



## Über dieses Buch

Dies ist ein digitales Exemplar eines Buches, das seit Generationen in den Regalen der Bibliotheken aufbewahrt wurde, bevor es von Google im Rahmen eines Projekts, mit dem die Bücher dieser Welt online verfügbar gemacht werden sollen, sorgfältig gescannt wurde.

Das Buch hat das Urheberrecht überdauert und kann nun öffentlich zugänglich gemacht werden. Ein öffentlich zugängliches Buch ist ein Buch, das niemals Urheberrechten unterlag oder bei dem die Schutzfrist des Urheberrechts abgelaufen ist. Ob ein Buch öffentlich zugänglich ist, kann von Land zu Land unterschiedlich sein. Öffentlich zugängliche Bücher sind unser Tor zur Vergangenheit und stellen ein geschichtliches, kulturelles und wissenschaftliches Vermögen dar, das häufig nur schwierig zu entdecken ist.

Gebrauchsspuren, Anmerkungen und andere Randbemerkungen, die im Originalband enthalten sind, finden sich auch in dieser Datei – eine Erinnerung an die lange Reise, die das Buch vom Verleger zu einer Bibliothek und weiter zu Ihnen hinter sich gebracht hat.

## Nutzungsrichtlinien

Google ist stolz, mit Bibliotheken in partnerschaftlicher Zusammenarbeit öffentlich zugängliches Material zu digitalisieren und einer breiten Masse zugänglich zu machen. Öffentlich zugängliche Bücher gehören der Öffentlichkeit, und wir sind nur ihre Hüter. Nichtsdestotrotz ist diese Arbeit kostspielig. Um diese Ressource weiterhin zur Verfügung stellen zu können, haben wir Schritte unternommen, um den Missbrauch durch kommerzielle Parteien zu verhindern. Dazu gehören technische Einschränkungen für automatisierte Abfragen.


Wir bitten Sie um Einhaltung folgender Richtlinien:


- + *Nutzung der Dateien zu nichtkommerziellen Zwecken* Wir haben Google Buchsuche für Endanwender konzipiert und möchten, dass Sie diese Dateien nur für persönliche, nichtkommerzielle Zwecke verwenden.
- + *Keine automatisierten Abfragen* Senden Sie keine automatisierten Abfragen irgendwelcher Art an das Google-System. Wenn Sie Recherchen über maschinelle Übersetzung, optische Zeichenerkennung oder andere Bereiche durchführen, in denen der Zugang zu Text in großen Mengen nützlich ist, wenden Sie sich bitte an uns. Wir fördern die Nutzung des öffentlich zugänglichen Materials für diese Zwecke und können Ihnen unter Umständen helfen.
- + *Beibehaltung von Google-Markenelementen* Das "Wasserzeichen" von Google, das Sie in jeder Datei finden, ist wichtig zur Information über dieses Projekt und hilft den Anwendern weiteres Material über Google Buchsuche zu finden. Bitte entfernen Sie das Wasserzeichen nicht.
- + *Bewegen Sie sich innerhalb der Legalität* Unabhängig von Ihrem Verwendungszweck müssen Sie sich Ihrer Verantwortung bewusst sein, sicherzustellen, dass Ihre Nutzung legal ist. Gehen Sie nicht davon aus, dass ein Buch, das nach unserem Dafürhalten für Nutzer in den USA öffentlich zugänglich ist, auch für Nutzer in anderen Ländern öffentlich zugänglich ist. Ob ein Buch noch dem Urheberrecht unterliegt, ist von Land zu Land verschieden. Wir können keine Beratung leisten, ob eine bestimmte Nutzung eines bestimmten Buches gesetzlich zulässig ist. Gehen Sie nicht davon aus, dass das Erscheinen eines Buchs in Google Buchsuche bedeutet, dass es in jeder Form und überall auf der Welt verwendet werden kann. Eine Urheberrechtsverletzung kann schwerwiegende Folgen haben.

## Über Google Buchsuche

Das Ziel von Google besteht darin, die weltweiten Informationen zu organisieren und allgemein nutzbar und zugänglich zu machen. Google Buchsuche hilft Lesern dabei, die Bücher dieser Welt zu entdecken, und unterstützt Autoren und Verleger dabei, neue Zielgruppen zu erreichen. Den gesamten Buchtext können Sie im Internet unter <http://books.google.com> durchsuchen.

A 604113





838  
R44  
tD 57



Reuter, Fritz

# TWA GRAPPIGE STIKKEN

**FRITZ REUTER NEIFORTELD**

TRÖCH

**WALING DYKSTRA.**

---

1. Ho 't ik oan in wiif kaem.
  2. Ut de Franse tiid.
- 

OP 'T HEARRENFEAN, BY

**N. A. HINGST.**

1870.



O A N D E L É S E R S.

---

Der is in de friske tael sa foar en nei wol gau  
ris hwet grappichs skriuwn. De broerren HALBERTSMA  
soaral habbe der bewisen sen levere dat ûs tael him  
der tige goed ta brûke lit; en howol hia allike goed  
sjen litten ha, dat it frisk ek fiks brûkber is for  
hiel hwet oars as grappen, sa likje doch in hopen  
Friesen, skriuwers sawol as lésers, in de miening  
komd to wesen, dat de friske tael neat mear is as in  
grappetael. Alteas der benne wol ris friske stikken  
in't liocht komd, dy mei hiar faek biustere flause grap-  
pen, klearblikelik oars neat in't sin hiene as de  
lésers laitsje to litten. De eare sen de friske tael is  
dertröch net forhege, om 't er ek yet by kaem, dat  
hast elk mar miende frisk skriuwe to kennen, sonder  
it riuchte bigrip to habben sen in goede spelling en in  
suvere friske stil. It frisk lésen is tröch dy soarte  
sen skriften net fölle soartsterke, om 't in hopen  
fikse liu der tröch in tsjinnichheid krike habbe in  
alles hwet frisk is, en earnstige liu in de miening  
likje komd to wesen, dat de friske boeken allenne  
skriuwn wirde for de lössinige jeugd.

*Likwol weagje wy it om yet ris in pear „GRAPPIGE STIKKEN” in ’t liocht to jaen; omdat wy miene dat se tagelik pittich benne, en dat is ’t just hwertröch de Lapekoer sen Gabe Scroar in sín tiid sa fölle opgöng makke het. De skriften sen FRITS REUTER, dy scriuwen binne in ’t Mecklenborchs platdûtsk, habbe nei ús insjen sa fölle oerienkomste mei de friske skriften sen de broerren HALBERTSMA, dat wy der sin oan kriegen om der ris hwet sen in ’t frisk oer te bringen. Wy habbe derta útsocht sín Zwei lustige Geschichte; en wy hoopje nou mar, dat dit wirk ús sa goed slagge is, en sa fölle ingong by de Friesen fine mei, dat wy dertröch oanmoedige wirde om tonei ris wer mei ’t ien of ’t oar soar ’t liocht to kommen.*

WALING DYKSTRA.

N. A. HINGST.

## HO 'T IK OAN IN WIIF KAEM.

---

Meitse 't wiif foar 't trouen mak,  
Of dou rekkest ond'r 'e plak.

Ik wier swietwei en ongemirken in aldsynt wirden.  
Ik wier in de wrald om fitere , hier hinne en der hinne,  
ik hie faek op in plömmen bed sliept , mar ek wol ris  
op in bosk strie. Lïkwol nou 't ik alder waerd foldie  
dat strie my lang sa goed net mear as do 'k in jier  
of twyntich wier ; hwent dy in sîn jongesjierren graech  
wirtels en rapen knaut , forsmadet derom , as er hwet  
alder wirdt , just gjin fette goes. De mensken seyen :  
„troue maste” , en ik sei : „betinke wol 'k my.” Ik  
biskôge de heilige echtesteat as de föks it hinnehok ,  
en ik tocht : „Dou scoest wol graech ien ha wolle !  
dou komst er ek wol hiel maklik in ! Mar aste der earst  
ien ûtsocht heste , komst er den ek wer ût ?” — As  
ik den op in oare tiid wer tocht om it taye skiepflesk  
en de gestige skinke fen BOKKE RINSKE (der wier 'k by  
in 'e kost mei in frye keamer) en neiging ho 't er in  
min keamer ûtseach krekt as op Gods lieave ierde foar  
de earste skeppingsdei , en ho 't dy dealse alte knopen  
jimmeroan fen min klein fleagen , den sei 'k : „troue  
mat ik !” en den seyen de dwarstriedrige mensken  
wer : „bitinke mast dy.” — Sa siet ik den jimmeroan

twisken twa stoellen in de yeske, en de jierren bigûnen min  
hierren ek al min of mear skier to meitsen. Do stie 'k  
ienkear ris by de kagchel, ik hie de piip oanstitsen en  
kipe nei 't waer.

De snie tsjispele swietwei ût de loft nei de grûn; 't  
wier bûten doar dea stil, gjin rïdtûch liet him hearre.  
Allenne hearde men in de fierte it rinkeljen fen in belge-  
reid oer de wei. It waerd my al to ienlik, hwent it  
wier böppedien ek yet krîstjân. Wils 't ik der sa stie  
en sonder neitinken trôch de ruten seach, kaem LINSE  
skoenmaker, min oerbûrman, thûs mei in slïdfol deade  
prikken, dy er in 't bosk opsocht hie, en der boppe op  
lai in moaye griene toeke fen in sparrebeam. „Siuch  
my nou sa'n smiunt ris oan!” sei 'k in my sels. „Hy  
scoe my in pear nye learsen meitse, en nou is er wer  
oan 't barnhoutslïdsjen. Likdoarnen het er my al oan  
lappe; mar gjin gemael, ik lit dy kerel foartoan neat  
mear dwaen.” — Sa stie 'k yet in hiele poas, en ik  
waerd sa huverich en skrouusk trôch de lea, 't wier  
krekt as der my kald wetter by de rech del getten  
waerd, en ik sei in my sels: „Natûrlik,” sei 'k, „ik  
scil wol forkalden wirde, tige by tige forkalden. Dat  
mat ommers wol. Min learsen benne stikken, en de wol,  
dy 'k RINSKE foar in wike twa jown ha, der stoppet  
hia hiar eigen hoasen mei, en mines der benne de foet-  
lingen omtrint ût. Alles in de wrald giet natûrlik in  
sin wirk.” — Sa stie 'k der sa lang as 't tsiuster  
waerd, en do 'k de pomplampe opbarne woe, koe 'k  
it fiûrgoed net fine, en do 'k it fûn hie woe de lampe  
net barne; RINSKE hie 't kouske net ouknipt, en do 'k

him op 't lest mei 'n hopen gedokter oan 't barnen krike, gîng er my flak foar de noas wer ût: RINSKE hied er gjin olie in dien. Onder sôkke omstannichheden is 't altiid nochlik, dat men dalik ien het, dy men ris fiks de hûd fôl skelde ken; ik hie lîkwol nimmen by my, en dus hwet scoe 'k oansfange? Ik seach mar wer ta 't fenster ût.

De skoenmaker en hiarre hiene 't liocht opstitsen en in de keamer bigûn 't fleurich en lûdrustich to wirden; mar ik koed er neat fen sjen, hwent hia hiene de gordinen ticht ta. „Siuch my dat ris oan!” sei 'k „sôkke knappe gordinen as dat skoenmakers-wiif foar de glêsen het!” Ik hie gjin gordinen foar de glêsen; hwent RINSKE woed der gjin gemaal mei ha. In de earste tiid, do 'k by hiar wier, hie se my hwet lappen aan elkoar naid; dy seagen der ût as fen onderen neat en fen boppen neat, en ik skoerde se gau del, do de liu my fregen as ik bernehimdkes foar 't fenster hingjen hie to druyen. Nou ken elk wol tinke dat ik it sûr hie oan dy skoenmaker; dy fint makke mîn learsen net en hy woe libje as in gritman, en ik siet in 't tsiuster sonder gleskleden en mei de forkaldenheid trôch al mîn lea. Nou, ik gîng bûtendoar en 'k tochte: „Ik scil dy kerel ris onhimmel it mannewaer opsidse.”

Do 'k der in 'e keamer kaem, stie dy litse sparrebeam op 'e tafel en der kearskes in to barnen. Jimme matte witte, LINSE sîn wiif wier ût Gelderlan fen denne; der benne de krîstbeammen in 'e mode, der wy hier in Frîslan oars sa net feñ witte; mar LINSE sîn wiif halde dy mode oan, der se fen bern ou oan ta wend

wier. Baes sîn twa litse jonges, JAPIK en KERST, hiene in fluit en in trumpet, der makken se musik mei, en hiar lits sisterke MARYKE kraide der by en gierde 't út fen wille; hia grîpte mei de handsjes nei de liochtsjes, en hippele mei de foetten in hiar memme skette, hwent hia koe yet net renne. It wifke hied de spinwiele oan 'e kant set, hia hie in skienne skeldoek foar dien en de mûtse hwet forset, en hia lake en borte mei de bern en fage litse MARYKE de mûle ou as 't hern hiar hwet al to folle tamakke mei pipernuten. Baes LINSE hie in stik fen in ald terskkleed oer sîn skoenmakerstafellein, dy in de iene hoeke fen de keamer stie; hy hie sîn nye toffels oan; hy siet in 'e hirdshoekoekje út in lange piip to smoken, mei in healmingelen waerm bier foar him op 'e tafel.

Nou, immen dy der sa in 'e hûs oprennen kaem, koe ommers net bigjinne to kibjen. Ik sei sadwaende oars neat as: „Goen jûn! ik moast wol ris sjen ho 't jimme hier sa fleurich en lûdrustich wieren.” En do waerd alles my bisjen litten, de pipernuten, de taimantsjes mei forguld, de moaye apels mei reade wangen, de brûtsjes en swantsjes, en de groue man mei 'n frees-like wînbûk fen witten bolledai, mei eagen en knopen fen krinten. „Dat benne allegearre wondere moaye saken,” sei baes, „en wy habbe 't ek allegearre sint Sinteklaes yet hiel halden, bihalven disse dregonder sîn hinser, der het litse KERST okkerdeis de stirt ris ou biten, do mem hiar eagen der eskes ou hie. Ja, *dy* nien ik!” liet er der op folgje en drige de litse bîsige jonge mei de foarste finger. Ik tochte by my sels: „Ik wol him doch mar net ougean mei min skoenmeitsen,” en ik fielde my riucht

binôge, al wier 't ek' dat ik in biusteren pine in 'e hölle hie. Mar do baes LINSE my 't greateste moaiste stik fen de hele krîstbeam sjen liet: ADAM en EVA by de forbeane beam, allike brûn en gled as de opglanse stoellen foar 't bedsket, — en do de beide litse jonges elk oan in kant fen ûs earweardige earste foaralden stean gingen en fen dichten oan bigûnen to tûtsjen en to trompet-sjen, do wier 't my doch krekt allik to moed as dat baes LAMMERT, ûs weinmaker, my mei sîn stompe fret-boar altiid pianoforte — pianoforte — in de hölle boarre, dat it pipe en knarse, en my derby frege, as 't net tige by tige moai ging. De skoenmaker like 't oan my to sjen, dat ik net to goed by mîn wé wier; hwent do sîn beide litse cherubs my goed enoch út sîn paradis tûte hiene, ging er mei my oer de dîk nei mîn keamer. Hy woe de lampe for my opbarne en frege hwer ik de swevelstokken hie. „Ik ha wol goeds,” sei 'k, „mar gjin ien as de Heare en mîn kosfrou witte hwer se to finen benne.” Do holp baes my út de learsen en hy sei: „Wiete foetten! En ik hab jou oare learsen yet net in order makke!” Hy holp my om op bêd to kommen en hy sei: „Wachtsje mar efkes; ik scil mîn wiif hier wol nei jo tastiûre, dat se de thé for jo klearmakket.” Nou, dat barde den ek; mar hwet er do in de tiid sen fiertsien dagen fierder mei my foar-fallen is, der wit ik yet net fôlle fen to fortellen.

Ik lai in in swiere droom. It kaem my sa foar, krekt as mîn hiele keamer forliachte wier mei barnende sparrebeamkes, en oan elke beam hinge in great moai sinteklaesding, dat ADAM en EVA in 't paradis foarstelde,

en as ik der op taging en de han der nei uitstiek, den hie 'k in stikkene lears in 'e han of in hoas sonder foetling, en twisken my en dy moaye krîsttûdfiguren stiene JAPIK en KERST en fluitten en tûteren, dat my de hölle pipe en stûse, en al dy tûsen liochten dûnsen foar min eagen, en as ik den rop: „Lit my mei rest! lit my doch mei rest! Ik scil ommers jumme heit wer for my skoenbeitse little!” — en as 'k den de han wer uitstiek nei in moaye sinteklaes-man, den treauen hia my wer tobek en tûten my in 'e earen:

„Skoen to lapjen! skoen to lapjen!  
Ha jy net hwet skoen to lapjen?  
Sök in alte frygesel  
Is by 't krîstiidnocht gjin tel.”

Do bigûn de alte gledreade poat, dy oan min höllein op 't bedsboardsje stie, oer sîn hiele brede glinsterjende tronie to laitsen en oer de keamer roanen stikkene learsen, dy stieken de tonge uit, en baes LINSE skoenmaker pakte se ien foar ien op en reau se in in tou en hing se foar min fenster inpleats fengeskleden. Oan min foetten-ein der wieren twa oan 't houtseagjen, de iene wiksele de oare stadich-oan ou. De iene seage lîtsje talhoutsjes, en de oare knorrich ikenhout ta kagchelblokjes; en as der den talhoutsjes for 't koffiwetter seage waerden, den dûnse vrou RINSKE hiar wite nachtmûtse my foar de eagen op en del, altyd op en del, en as der in 't knorrich ikenhout arbeidde waerd, den skimere 't my foar de eagen, krekt as der in moaye greate ierdhei in in grien boskje

bledden stie, en as 'k den skerper ta kipe, den wier 't de reade noas fen m'n omke Tis, dy boppe m'n griene tekken útkipjen kaem.

lenkear op in nacht, do 't er wer stevich in 't knorrich ikenhout seage waerd, do waerd it my in ienen krekt as dat ik út de tsiusternis in 't liocht kaem. Ik taeste om my hinne. Hwer wier ik? Ik lai op bed, it nachtlampke barnde flau, en in de greate opfölde leningstoel lai oinke Tis siker wier, aan de noas ta in m'n griene tekken en snorke aldersbaerlikst. „Omke Tis!” rop ik. In 't earstoan hearde er my net, mar einlings waerd er to wekker en wreau sîn eagen út. „Omke Tis,” frege ik, „hwer is baes LINSE skoenmaker?” „Wel jonge,” sei omke, — hwent hy neamt my yet altiid „jonge,” lik enoch mei 't selde riucht as alde HAMKEboer yet altiid sîn twa-en-twyyntichjierich byderhan's foarins hinser „de fôlle” neamt; — „Wel jonge, bigjinst al wer? Hwet heste doch mei LINSE skoenmaker to meitsen? Dy man döcht dy ommers neat.” „Omke,” sei ik, do 't hy him der wer tige nochlik nei jowch om wer oan 't seagjen to gean, „is 't wier of hab ik it droomd? Habbe wy as alde synten gjin part en diel oan de kristtiidswille?” „Gekkepraet!” sei omke Tis, „lids mar stil!” „Ik hab fest tige siik west, net?” frege ik. „Dat is ús lieaven Hear bikend,” sei omke en krûpte út de tekken wei en krige de lampe om my in 'e eagen to liochtsjen. „Nou leau ik siker wier, jonge, datste it gesaer to boppe biste, hwent dou siuchst hiel oars út din eagen,” en hy striek my mei de han oer 't wang. „Kenst nou

wrichtich sjen dat ik din omke ben, en dat dit mîn noas is en gjin ierdbei? En wöste dat ierdbeiploaitsen nou foartoan wol ris in bitsje litte? Dou hest my jister nacht in kear twa divekers in 'e tronie klaud, do 't ik in bitsje in de slomme rekke wier." Ik onthiette him dat ik my nou better halde en drage scoe, hwent ik kaem nou wer by mîn forstan.

It wier sa, de sikkte wier in 't oergean, mar do kaem it earmelyen earst yet oan. Ik wier sa heislike swak en slop, dat ik my net forreppe koe, en as ik de eagen is opsloech den stie RINSKE foar my mei de gled reade poat in de iene han en in leppel in de oare, en foerre my mei hoannesop, sa tai en!slimerich as seane stïfsel, sa smakke 't my ek, en den jeusele se mar: „Och to, it nou doch hwet! as je net ite wird je net better." En by al dat pleagjen sette dat alte goedhertige stik hûsrie by hiar stïfselpot yet sa'n demmen gesicht, dat ik wol tahappe moast, as ik woe of net.

Alle dingen habbe in ein en in woarst het twa, seit it sprekwird. Ik koe 't bed wer forlitte en do sieten omke Tis en ik uren lang togearre by elkoar, en der keuvele ik hwet mei him. „Omke," sei ik ienkear, hwent de dromery oer dy krîstbeam en alte synten mealde my in de hölle om, „wy moasten eigentlik alle beide troud wêse." „Gekkepraet!" sei omke; „moast ik as wachtmaster in tsienst fen WILLEM ien in litse husarefokkery oanlein ha, tocht dy?" „Dat nou just net," sei ik, „ik hie eigentlik mar meast it each op my sels. Siuch, ik tink sa wol ris, as ik in wiif hie, — nammentlik in flink wiif, in goed wiif, en — in aerdich

kreas wifke, — 'en jy kamen den by ûs inwenjen....."  
 „Om op 'e bern to passen? Ik tankje hertlik!” sei omke. „Sa mien ik it net,” sei 'k, „mar ik ben biredt om yette to trouen, hwent de oppassing fen RINSKE in mîn leste siikwesen.....” „My tinkt,” smiet hy der oer hinne, „datste goed enoch bi -oppast biste, ik hab sels...”  
 „Praet der net oer,” sei ik wer, „jy habbe dien sa-folle as in jou formogen wier; mar RINSKE—” „Nou, mar heste den al in froumenske op 't each?” frege omke. „Ik wit al ien,” sei 'k. „Ei, kom! en wol dy ek wol dwaen mei dy ha?” frege hy. „Dat wit ik yet net?” sei 'k. „'t Is fest sa'n greatske pronkepop?” frege er wer en knipeage sahwet. „Né, dat is se net?” sei 'k. „Den is se fest ek al lang boppe de soldate-jierren?” frege hy wer en knipeage yet ris. „Né, ek net,” sei ik. „Mar jy kenne hiar hioed wol ris in ea-genskou nimme, — ik ken ta mîn spît net mei — hia giet alle neimiddelis bûten de bûrren to kuyerjen, dat út nei de mûnle, twisken tryen en floueren, en al benne der mear, jy kenne hiar der wol út, hwent hia is de moaiste fen allen.” — „Dat scil sa wol wêse.” — „Hia het in mantel om mei 'n kwast op 'e rech en in foege' jonge by de han,” liet ik er op folgje, — „Troust dy jonge mei, op 'e keap ta?” — „Ho kom je der by?” sei ik finnich, „dat is hiar sisters jonge.” „Heare mistit!” sei omke, „meits dy mar net likl! Hwet wit ik der fen? Hia koe ommers wol widdou wêse. Mar ik wol der doch ris nei sjen.” — En der-mei gîng er der op ou.

De neimiddelis om fiif ure hinne kaem er werom, hy

stiek de piip oan en sei suver neat. Dat stie my fensels net oan, en derom sei ik ek neat. Wy smookten alle beide as kalk-ounen, mar ik wjer doch al to nysgierich om dat lang sa fol to halden, Ik gîng oerein en sa stean, dat hy mei sîn ald knipeagerich gesicht my net in de eagen sjen koe. Ik frege: „Ha jy hioed dat út nei de mûnle west?” — „Dat hab ik,” sei er — „Wel?” frege ik. — „Ja,” sei er droech. — „Ha je hiar sioen?” frege ik. — „Ik hab hiar sioen,” sei er, „en 'k hab ek mei hiar in reden west.” — „Ben je net wiis?” sei 'k en draide my om. „Hwet ha jy mei hiar to praten? Ik hab sels yet net ienris in wird mei hiar wiksele.” — „Just derom!” sei omke, „hwent ien fen ús beiden mat doch in bigjin meitse, — en ik scil doch wol in wird pratemeye mei de biminde fen min sisters-soan, scoe 'k tinke.” — „Sa fier is 't yet lang net,” sei ik. — „Hwet net is ken ommers yet wol komme,” sei hy, en gîng wat djiepper in de alde leningstoel sitten en stiek de skonken foarût, krekt as er sidse woe: „Siuchst my wol?” — „Ik scil 't dy gau ris fortelle,” sei er. „Do ik de dik út gîng roan hia in eintsje efter my; ik bleau stean om nei hiar to sjen; hwent hia hie in litse jonge by de han; de kwast dy se oan de mantel hie, koe ik fen sels net sjen, omdat dy op 'e rech hinge.” — „Ik ken 't my sa foarstelle,” sei 'k, „dat jy hiar nuver oangappe ha scille.” „As ik hwet sjen wol, den set ik min eagen iepen,” sei omke, „en dat die 'k, en hia sloech hiar eagen sa nei de grûn, krekt as se jûns hiar bedsgerdinen tâ-strike woe, endo hia my foarby wier, do seach ik de

kwast ek." — „Jy scille hiar wol moai oankipe ha," sei 'k. — „Dat hab ik, mar 't moaiste komt yette." — „Nou, mar like se jo goed ta?" frege ik. „Wel wis en datte. Hia bisis forske deugden, dy my wol oanstean. Foarearst het se net fölle linten en flinten om 'e hölle to wapperjen, en oard: Hia faget mei hiar klean de striette net oan. En dat benne in pear deugden, mân jonge, dy mear to bitsiutten habbe as men sa tröch in tiid mient; hwent dy safölle fen búten aan de hölle habbe, dy habbe er meastentiids net fölle in; en dy sökke lange klean drage habbe allegearre brike skonken, of oars — hwet yet slimmer is, — den benne hiar hoasen en skoan net in in goede steat. Hark ris, mân jonge, by frouliu en hînsers mast altiid mar alderearst nei de skonken sjen; siucht dat onderwirk er knap út, sette se de skonken goed del en is 't foetspil kreas in order, den kenst er mar op rekkenje, dat se kras en sindlik en net lui benne." — „Jy miene sadwaende?" frege ik. — „Ik mien alhiel neat," foel er my in 'e reden. „Lit my earst útfortelle ho 't my fierder ougien is. Do 't hia nou sa foar my út op nei de mûnle gîng, en ik efter hiar, do moast ik wol by my sels sidse: „Wrichtich, fanke! dou slachst in goed swé! Dou draist sa 'n bitsje mei de hölle; mar dat mei gjin kwea! Hwent hwerom scoe se net hwet mei de hölle draye? derfor is se ommers in froumenske. Mar, tocht ik sa by my sels, de spraek! Der sit ek in boel in. Dou mast in onforskillich praetsje mei hiar meitse. — Do hia werom kaem gîng ik mei de rech tsjin in beam oan stean en bearde dat ik de piip oanstekke woe, en

do hia lik enoch yet in tred of siif fen my ou wier  
 helle ik min fiûrgoed ât 'e bûse, en tagelik skoerde 'k  
 er hwet litsjild mei ât! — Ja wrachtich, jonge! heste  
 't bigrepen? Allegearre wol oerlein. De fijfstûrstikken  
 en dûbeltsjes rôllen as pipernuten oer de hirdfersene  
 strietwei. Ik bûchde my foaroer en hime en smûchde  
 wakker, krekt as dat opgrabbeljen my danige biswier-  
 lik foel, en do hia dat fornaem, sei se wrichtich tsjin  
 de litse jonge, dat er my hwet helpe moast to opsiük-  
 jen, en hia bigân sels ek mei. Ik bitanke hiar derfor,  
 en wy rekken mei elkoar oan 't praten en roanen in  
 eintsje mei elkoar op.” — „En hwer hiene jimme 't  
 do oer?” frege ik. — „Och, dat praetsje hie neat om  
 'e hakken. Ik sei, dat ik din omke wier, en frege hiar  
 as se dy net koe, dou roanst der ek wol gau ris lans,  
 sei 'k. Do sei se, dat se 't *genoegen* net hie — 't *ge-*  
*noegen*, sei se! — fen dy to kennen. Do frege ik hiar,  
 as se der wol net ris in jongkerel gean sioen hie, mei  
 in gielhaftige skiere hoed, in gielhaftige skiere oerjas,  
 in gielhaftige skiere broek, — en ek omtrent sôk hier  
 op 'e hölle. Né, sei se, in aldfaftich persoan, dy om-  
 trent sa klaid wier, hie se der wol ris sioen. — Do  
 sei ik, dat dy aldfaftige persoan, de jongkerel wier,  
 dy ik miende, — min omkesidser. Do sprong dy aer-  
 dige litse jonge by hiar op en sei: „Moaike, dat is dy  
 selde man, der jy altiid fen sidse, dat er fölle het fen  
 in sopwich, dy in koffy mei 'n bult reamme wekke  
 is”. — Do waerd hia sa read as in bloedkrael, en ik  
 moast laitse dat ik skattere, en ik sei: „Jawol, dat is  
 deselde dy ik mien.”

Nou waerd ik sa read as in bloedkrael, hwent dy  
 grap makke my hoannich, en ik sei tsjin omke: „As  
 jy oars net in 't sin hiene as jou eigen sisterssoan ta  
 'n spot foar de mensken to meitsen, den hiene jy, om  
 min part wol thûs bliuwe kend.” „Dat scoe 'k ek dien ha,”  
 sei er, „mar ik hie yet hwet oars in 't sin; ik woe  
 graech witte as hia dy scoe habbe wolle?” „O, dy  
 dîveker!” sei 'k, „der ha jy hiar fest net nei frege?”  
 „Hark ris, jonge!” sei omke, en hy rikke en' dampte  
 krekt as in earm man pankoekbakt, „as ik in ding  
 op my nim, den set ik it tröch, — mar fîntsjes! —  
 Ik frege hiar derom, as se wol wiste hwetste wierste?”  
 „Né,” sei se, „dou wierst lichtwol in dokter?” „Lieave  
 frede!” sei 'k, „dat liket er neat nei.” — „In abbe-  
 kaet?” — „Né, ek net.” — „Nou, den dit, of den  
 dat?” — En sa redte hia, den ris in 'e hichte aan  
 kantonriuchter ta, en den in 'e lichte aan skearder ta;  
 en ik skodhölle mar oan ien wei en ik sei op 't lest:  
 „Jy riede 't doch net! — Hy is op sîn alderheechst  
 alhiel end al neat.” — Nou, hiar tochte, dat wier-  
 den al hwet hiel min, en derom koe se net oars bi-  
 gripe of dou scoest fen de renten libje matte. — Do  
 sei ik, ja, der hie se al sahwet gelik oan, en dat ef-  
 fear der hiest fen jongs op it measte sin oan hawn, mar  
 datste dertröch just oan in post komd wierste, dat koe  
 'k nou net sidse. Mar dou seachst nou nei in oare bi-  
 tsienning ût, sei 'k. „Nei hwet for'en?” frege hia.  
 „Nei de houliksteat,” sei 'k en frege derby, hwet hiar  
 derfen tochte. Foarou hie 'k al by my sels oerlein:  
 Wirdt hia op dat freegjen bleek, den mei se him net

lye; mar wirdt se read, den nimt se him. En ik ken dy sidse, hia waerd oan de earen ta read; hia bûchde hiar foardel en tipele hwet mei de litse jonge sîn hoed om, en do se wer riuchtop stie, seach se my sa fen onderen ta boppen oan, hia knikte my sa min of mear goên dei, en foart wier se. En de frage, dy 'k hiar yet tochte to dwaen oer mîn eigen persoan, dy koe gjin plak mear krye."

„Dat scil ek wol in moaye frage wést ha,” sei ik, en ik biet fen ergernisse in stik fen mîn piip ou.

„Ei né!” sei omke, „ik woe hiar allenne mar freegje, as se goed forstan fen fisksieden hie, den woe ik mar by jumme komme in to wenjen.”

En derop naem de alde knaep in foarkommen oan, sa infieren en earnstich, krekt as mîn houliksaken him fölle mear ter herte gîngen as my sels. Dit scoe lk-wol yet fölle briker wirde.

Do ik skielik dernei wer ris bûten doar gean koe to kuyerjen, roan ik opsetlik net dat út nei de mânle, omdat it my hinderlik wier hiar onder de eagen to kommen. Ik tochte: Lit my lieaver ris nei de trekfeart gean, der se oan 't reedriden en belleshidjeyen benne. Nou, dat die 'k; mar do 'k tichte by de tente kaem, der pâns en slökjes en sealiemolke en koeke en swietekau to keap wier, gîng ik der hwet tichter by, en do seach ik krekt dat mîn omke Tis in fijfstûrstik op 'e tafel lei, der er in pûdsje fol allerlei en in gleske pâns for kochte. Dat like my al tige nuver ta, om 't ik wiste dat er neat gjin maet fen pâns wier, hy hie fölle lieaver in gles rumgrocch, en swiet goed fen de

banketbakker scoed er nea net in 'e mûle stekke. Ik tochte : Hwet scoed er der nou wer mei in 't sin ha ? hy wol fest bern traktearje. Jawol ! as oars hwet ! Sonder dat er my fornaem gîng er, mei sîn pûdsje en 't gleske pûns elk in in han, op in skouslide ta, der in jiffer in siet mei in gaes foar de hölle, en hy bûchde mei sîn ligchem foarût en esterût, dat men tinke scoene, hy scil sîn hiele lea fordraye, en skraste mei de foetten sa wonderlik op 't iis om, dat ik tochte, de alde scil oerwichtich werde en falle. Mar krekt do ik op him tasjette woe om him to heinen, sloech de jiffer hiar gasen sluyer fen siden, en hwet seach ik ? Min lieave schat, min swiete eagentreast. Hia koe net ride en liet hiar by 't moaye winterwaer efkes fen in arbeider slidsje. Wel man ! it waerd my to moed krekt as immen my riuchts en löfts in pear drayen aan de earen jown hie: „Der mei de divel in slaen !” sei 'k in my sels ; „dy ald scheuk bideart min hele fryery !” En ik gîng nei hûs, danige fortretlik, sa fortretlik as in menske mar wêse ken.

Der siet ik nou in 't tsiuster en ik hie inerlik it sûr. Der gîng de doar iepen en omke kaem in. „Goeden jûn !” sei er. „Ho sitste hier sa in de tsiusternisse ? Stek de lampe op !” Dat het de ienichste kear in min libben west, dat ik min memme broer gjin goen jûn sein hab. Ik stie likwol op en stiek de lampe op, en seach sa sûr as in pikelhearring, dy 't in fierstien dagen in de jittich lein het. „Hwet skeelt dy ?” frege er. „Neat !” sei ik kort en tor, ik tochte likwol : it is min memme broer ! en 'k liet er op folgje : „Ik ben

net in mìn skik!" „En ik tige," sei hy, en derby seach er sa frolik ût sîn eagen as in ald knol, dy 't in fiertsien dagen by gledde hiouer op 'e stal stien het. „Ik ha wer mei hiar in reden west," sei er. „Hwet ken my dat skele?" sei 'k. „Hoe mat ik dit forstean?" frege er, en hy seach sa earnstich en forstannich, alhiel mal. „De moaye droom is by my ût," sei 'k. „Dou wost net?" frege er en lei sîn beide earmen op de leningsfen de pakestoel en kipe, mei de noas der oer hinne, my flak oan. „Ik ha de hele saek sa fintsjes biwirke, sa fintsjes dat in hûn der om skrieme scoe, as der nou neat fen kaem. En nou wötte net?" „Né," sei ik, „omke, ik wol net. Miene jy, dat ik jo de reamme ouskeppe litte scil, en ik mysels mei hwet blaue tinne malke tofreden stelle? Alle wîse liu, dy der boeken oer skriuwn ha, benne 't ommers hierin mei 'n oar iens, dat it moaiste fen de hiele trouery is de forkearing fen in pear jonge liu foar de brilloft. En dy wille eigenje jy jo ta, en ik mat it oansjen dat jy mìn faem op pûns en allerlei traktearje?" Omke ging riucht oerein flak foar my stean, en sei: „Ik freegje dy for de leste kear, ast dat fanke troue wötte of net?" „Né!" sei 'k. „Nou," sei er, en hy seach my lang oan mei sa'n earnstige tronie, krekt as er just sîn testament makke hie en nou yet sîn namme der onder sette woe; „nou, it fanke scil trôch my gjin skea to lyen ha, den scil *ik* hiar troue." Dermei kearde er him in ienen om en stapte permantich ta de doar ût.

Dat wier my nou in storie! In 't eerst stie 'k alhiel

forbûke oer de keamer, do liet ik my ïn de leningstoe delfalle en bigûn lûd to laitsen. Min omke Tis' wier great twyntich jier alder as ik en hy scoe in saek ondernimme doare, der my op mîn jierren de moed hast ta ontbriek ! Ik woe wer lûd bigjinne to laitsen, mar 't woe net mear flotsje, hwent ïn mîn hert wier 'k net onbikommere, en howol ik mîn tronie der al wakker nei loek, it laitsen bleau op healwei sitten; en do 'k mysels, mei 't domste gesicht fen de hiele wrald, ïn de spegel kaem to sjen, sprong ik oerein en gîng mei greate stappen de keamer op en del, en ik tocht my inerlik nidich en 'k sloech op 'e tafel en ik sei: „Hy ken 't wrîchtich wol dwaen, hy is der ta in steat.”

Do RINSKE by my ïn 'e keamer kaem, krige hia, lik as licht to tinken is, om allerhanne dingen kibjen, en do 'k hiar bihoarlik hiar lekken en brekken oplèsen hie, gîng ik nei de societeit en der rekke 'k oan 't kaertsplijen, mar 'k sei jimmer ïn my sels: „Dat kenste doch sa net gean litte.” Ik hie gjin oandacht by mîn spiljen, ik forlear al jimmeroan en mîn maten wisten net hwet se oan my hiene.

Ik ging fortretlik nei hûs, ik krâpte op bed en ik woe sliepe mar ik koe net. Ik kwelde mysels de hiele nacht, hwent ik koe my dat fanke mar net ût de hölle sette. Hia hie my ïn 'e maling nomd. En de kristjân by LINSE skoenmaker skeat my to binnen, en de frese bikrâpte my dat ik wollicht mîn libben lang sa'n hûslike wille net komme scoe to onderfinen. En as 'k den tsjin mysels sei: „Set it mar tröch!” den fleagen der my allerhanne betinkings as in swerm byen tröch de hölle, en foar min

eagen stie altiid in great fraechteiken, en as ik mysels der in forklearring fen jaen woe, den kaem it altiid hier op del: „Ja, mar scoe hia wol wolle?” —

Dy frage koe nimmen better bi-anderje as hia sels, dat seach ik goed enoch in. En do lang en let de skiere wintermoarn in mîn kalde keamer bigûn to skimerjen, en ik fen keald bibbere wils 't ik koffi klear makke, do sei 'k op 't lest: „Nou wit ik hwet my to dwaen stiet! Hwet wêse-mat, dat mat wêse!” En ik sei tsjin RINSKE: „Hark ris, RINSKE,” sei 'k, „jy moasten ris for my nei keapman BOHNSACKEN gean en keapje my der in pear fine giele hanskoen, sökken lik as de jonge abbekaten fölle drage, as se graech in hiele bulte likje wolle. Tige moaye giele, hear!”

Om alve âre hinne hie 'k mîn ny swart lekkens pak, mîn gledde learsen en mîn nye giele hanskoen aan, en ear 't ik mîn fine sidene hoed op sette gîng ik foar dé spegel stean en ik sei mei 't folste riucht: „Ho is 't mogelijk!”

Dat hie 'k sels net mear tinke kend. Ik kipe ris in mîn alde toffels, dy foar 't bed stiene, en ik sei: „Jimme scille ek raer opsjen, as 't my ris lökt, en der mei korten in pear litse krease toffeltsjes by jimme komme in to wenjen.”

Nou, ik ging de striette del en ik kaem omke Tis sin hûs foarby; do tocht ik: „As immen om sa'n saek ût giet, lik as ik nou, den mat er earst ek mei de hiele wrald frede slute.” Hwent it wier my to moed krekt as ik de leste saek fen gewicht in mîn libben ondernimme scoe. Ik kloppe sadwaende by omke aan en ik kaem in 'e hûs

Nou, ik hab al fry hwet sioen ïn 'e wrald; ik hab ienkear sioen dat in kerel fiûr friet, ik hab wol ris sioen dat immen sliphiedde friet en moai siden lint ta de hals út hispele; mar sa hwet bûtenwenstichs is my yet nea onder de eagen komd, as op dat stuit, do 'k dy moarns mîn omke Tis kaem to sjen.

Der stied er oer de keamer, allike moai oanklaid as ik, mei dit onderskie, dat hy in griene buis oan hie inpleats fen in zwarte rok, en dat sîn giele hanskoen fen herts-lear wieren en mines fen skieppelear.

„Omke!” rop ik, do 'k ta de keamer in kaem, en mîn hoed rolle foar my út, sa wier ik fen 'e streek. „Jonge!” rop er, „hwet wotte nou?” — „Hwet wolle jy?” rop ik. — „Ik wol dat hwest dou *net* wotte,” sei er. — „Né, ik wol nou al wer!” rop ik; en ik soege der by: „Ik ben mar efkes sa moai oppronke by jo oankomd, om jo to sidsen, dat ik mîn bislât nomd hab, om jo to freegjen, as jy wer goed op my wêse wolle en mîn omke bliuwe, lik as je altiûd west ha.” „Wotte dat?” sei er, en gîng in de leningstoel sitten en seach my wonderlike bysonder oan. „Nou, den wol ik dy mar sidse, dat ik ek sa moai oppronke by dy komme woe, om dy in bîtsje kjel to meitsen. Ik wit dat yette út de tiid do 'k onder de soldatery wier: sa'n bîtsje kjelmeitsen, dat sköddet in menske goed to wekker en makket dat er him to skrep set; hwent den bigjint de kriüch er mei onder to rennen.” „En jonge,” sei er, en hy stie op en lei sîn han op mîn earm, „ik wol dy net in 't sök farre, ik wol de wite hôge fen dîn gelök net forknûkerje; hwent dat

aerdige bern is for dy in 'e widselein, en dat fanke is goed!" En derby knipte er my in 'e earm mei sijn alde brede füst, dat ik tochte: „As se sa is, den is se mear as goed."

Nou gîng omke hinne en helle in glesfol sen sijn alde portwin en sei: „Kom hier, min jonge, earst hwet ta forsterking! — En ho scitte de saek nou oanlidse?" — „Ja," sei 'k, „as ik dat mar wist!" „Set din foet hier ris op disse stoel," sei er. „Hwet mat dat?" frege ik. „Neat, nen bit!" sei er en hy knipte de soepjees sen min böksen ou (dy dingen wieren do in 'e mode). „Dou scitte din knibbels wol ris bûge matte," sei er, „en der koene dy dingen hinderlik for wêse." „Nou," sei 'k, „jy meitse in moai bigjin." Hy sei: „It spil mat sijn geriuchtichheid ha. Ik ha in min hiele libben sels sen söks neat onderfûn, mar ik ha 't faek op printen in romansboeken oubielde sioen. Hwet seist er sen? Hest er al oer tocht hwetst earst tsjin hiar sidse scitte? Hest ik hwet rîmlery fen bûten leard, dat dy to pas komme ken?" „Omke", sei 'k, „dat het my in 't earstoan in bulte höllebrekken koste, mar nou ben 'k sa fier hinne, dat ik er neat mear onder to dwaen ha. Ik scil krekt sa prate as 't hert it my opjowt, en 't is my fen 'e moarn bysondere röm om 't hert". „Moai sa!" sei omke, „dat is grif folle better as in fen bûten leard leske. Mar nou wirdt it ek tiid datste foart makkest. Hou, wacht-sje yet efkes," sei er, do 'k my omdraide om hinne to gean, „it wite bandsje fen din oerhimdsje hinget dy omtrent in healjelne by de rech del." Hy treau my

it eindsje ban by de doek in en jowch my sin segen op 'e reis: „Sie sa! gean nou hinne onder Gods hoede!”

Ik ging er op ou, mar do 'k ta de foardoar útkaem waerd er boppe my brimd, en do 'k omheech seach, lai omke Tis ta 't fenster út, en knikte en wiuwde my ta, en jimmeroan as ik in 't hinnegean yet ris efkes omseach, dan knikte er wer en wappere mei sin reabonte búndoek ta 't fenster út; sa dat ik in noed en frese wier, dat de mensken op 'e striette der erch in kryge scoene, hwet er twisken ús beide geande wier.

Nou scoe 'k hier in hiele skiednis forhelje kenne, mar ik scil der wol for oppasse. Sa maklik, as de fryery faek in romans biskriuwn wirdt, lökt sa'n saek in de wirkelikheid tröchgeans net. Niuggen-endniuggentich fen de hûnderd bigean by sa'n ondernimming aldermalste dwaesheden, en almeye se alle hûnderd ek as lökkige minners werom komme, den scille er doch niuggen-endniuggentich by hiar sels sidse: „Us lieaven Hear mei er ús for biwarje om wer in sa'n omstannichheid to kommen; as wy likwol for de twade keardy saek ondernimme moasten, den scoene wy 't fölle forstanniger aanlidse.”

Oard'el ure letter kaem ik den werom, oan hals en earen ta gelökkich, en dat scil ek wol oan my to sjen west ha. Om 't ik in mîn ienlik aldfyntelibben my de gekke menear oanwend hie om oerlûd totinken, sa koe 'k by bidaerde bisinning it de mensken net kwea nimme, dat hia for my, do 'k de striette

lans kaem, in bitsje fen siden gingen, en my stiif  
 nei seagen om op to passen, as min skonken ek  
 sôkke nuvere biwegingen makken as min earmen. Do  
 'k ticht aan omke Tis sin hûs ta wier, kaem hy my  
 al tomiette rennen en wier danige bliid. Hy hied dy  
 hiele oard'el tûre lang efter de foardoar op 'e loer  
 stien, en hy rop: „Hald dy mar stil! Fortel my mar  
 neat! Ik wit it allegearre wol! Honear scille jimme  
 de geboden oanjaen?” Ik socht him ta bitdarjen to  
 kryen en ik sei: „Wes nou doch stil, ten minsten  
 hier in 't iepenbier op 'e striette.” Ik naem him in 'e  
 earm en loek him mei nei min hûs. Mar do wy der  
 oankamen, wils 't RINSKE just de intentafel klear mак-  
 ke, do koed er de pîpen net langer in 'e sek halde;  
 do spille sin hiele hert solo kleur, en do de kost-  
 frou him oanseach, do strielden ut sin eagen neat  
 as trûven. En hy wiisde mei de tomme oer de skou-  
 ders nei my ta en sei: „Siugge 'jy him der wol,  
 RINSKE? Der sit er nou; min sisters soan! Dy is nou  
 ek al oan 't fryen sa goed as de beste!” En do RINSKE  
 nou by my kaem en my gelök winske, en witte woe,  
 hwa de gelökkige wier, der ik it mei klear hie, do  
 hie 'k al wer in hiele boel drökte om hiar ta swyen  
 to bringen. En do hia ta de keamer ut wier, sei  
 omke, wils 't er my skean fen siden oan kipe, dat ik  
 in hûchler en in forstokte wier, en fest in ondogens  
 hert ha moast, omdat ik sa'n great gelök sa lang  
 forsweye koe.

Ik moast by him sitten gean en him fortelle ho 't  
 alles sahwet tagien wier. Do waerd er ek wer frien-

liker en knikte mei de hölle en sei: „Moai!” En dent sködhölle er wer, en sei: dat dit net alhiel nei sîn sin wier. En do ’t ik ûtforteld hie, stie hy op, en sette in gesicht, lik as de löft in de ongetiid, as er net riucht wit as er de sinne skine litte scil, of it reine litte. Hy sködhölle en knikte en sködhölle, en einlings sei er: „As hy dat ris ondernimme matten hie, hy scoe ’t doch fry hwet better makke ha”. Do frege er my by hökker fers fen dit kapittel ik de foefal dien hie. Ik moast nou bikenne dat it der alhiel end al net oan ta komd wier. Do naem omke Tis sîn hoed en sei: „Nou, den winskje ’k dy smakelik item! En hald dy oan hwetste heste, hwet efternei komt bite de hûnen. Dou heste fierst to gau keining kraid; de saek is yet lang net in ’e heak; in foefal heart er by elte boask en de saek scil net bidye, as se net mei de beide knibbels bisgele is. Ik scilt der alteas neat net binyd fen opharkje, aste my mei korten komste to fortellen, dat din hiele fryery wer ûtskoerd is. Folgje tonei mîn rie better op.” Dermei ging er foart.

Mei dat al bigûn der nou for my in hearlike moaye tiid, — in hearlike moaye tiid! Ik scoe derfen ek af wer in hiele bulte fortelle kenne; mar ’k wol der mar lieaver fen stilswye. De heechste wille en ’t djiepste leed mat men elk en ien net oan ’e noas hingje. Ik wol graech leauwe, dat alle liu dy dit lêse, fetsoenlike forstannige mensken benne; mar de iene of de oare bisfynt koed er doch ris onder renne, dy de gek er mei hie dat ik safolle útliet, en der scoe ’k doch in hekel oan ha.

Echte diimter koeke wirdt fen huning bakt, mar der komt ek pîper ïn; oan pîper onder de huning scoe 't my ek net ontbrekke. Earst struide omke Tis der my stadich-oan hwet kerltjes by, mar do 't er seach, dat de saek wol echt wier, en do 't er sels by mîn oansteande hiar folk op bisite west hie, en by dy gelegenheid ta sîn greate tofredenheid wîs worden wier dat hia tige goed fisk siede koe — doe halde er sîn pîper foartoan by 'n efter en taeste djiep in sîn huningpoat. To djiep, doar ik sidse; hwent do skildere hy by alle mensken, dy nei him harkje woene, mîn gelök sa swiet ou, dat er al gau in hiele bulte miggen in mîn huningkoer omgonsen, dat ik my hast net wist to bergjen; en der waerden mei korten safolle kluchten fen my forhelle, dat ik mîn hölle hast net mear opstekke doarst. Ik waerd pleage oeral hwer 'k my sjen liet. Elke bîsfynt, dy my op striette mette, spîgniske my oan, en as 'k den frege hwet dat spîgnîskjen to bitsiutten hie, den seyen se allegearre, krekt as se 't mei 'n oar opsteld hiene: „Och neat, net in bit!” As ik nou en den jûns ris by mîn alte maten op 'e societeit kaem, — hwent dit hie 'k dalik foar my nomd, dat ik om gjinderlei omstannichheden dat selskip farre litte woe, foarearst omdat it sa bysonder in mîn smaek foel, en oard omdat ik it for mîn libbenswisheid en menskekennis foardelich achtte — nou, as ik der den ris wer hinne gîng, den wier 't my der in gemompel en gemûskop, en de iene stompte de oare oan, en de iene jowch fine setten onder wetter tröch en de oare foel mei de hiele wal út: hwet

de iene *foar* de brilloft sein hie en de oare *nei* de brilloft, en hwet de skieppinhoeder tsjin sijn hûn sein hie, en al sa. En as ik my der den hoannich oer makke, en frege hwet se dermei mienden, en as dat skimpen op *my* minte wier, den seyen se allegearre : „Och hedden sei, né ! dat kaem sa mar ris to praet.” En as ik den jûns út tsjinnichheid in dat gemael net nei de societeit gîng, den bigûn RINSKE, dy ald eamelskoalle, en struide my jimmer hiele litse fine stofkes pîper in 'e noas en in 'e eagen : as dat sá moast, of as 't sá moast ? Hia wist ommers net ho 't ik it nou ha woe. En hia wier in ald menske, hia hie in hiar libben al by forskate hearen tsienne, mar yet nea net by ien dy op 't punt stie fen trouen ; ik moast derom hiar hwet trôch de fingers sjen, en 't waerd nou ommers mei gauens doch allegearre oars. En hwet it himmeljen en keamer-skienhalden oangîng, dêrin jowch se my gledwei gelik, dat wier for mîn oansteande net kras enoch, hwent sa 't hia altiid heard hie, wier dy as in prinsesse great brocht en hie in hiar hiele libben gjin finger in 't kald wetter stitsen. Mar RINSKE's eagen wieren al to ald for elke stofke en plûske. En as dy jiffer earstdeis ris by my komme woe, den koe se dat ommers dwaen ; RINSKE for hiar persoan hie der suver neat op tsjin, en oer 't spinreach oan 'e souder, en 't stof op 'e skoarstienmantel scoe dat jifferke ommers net falle, en oer de litse aparte heap tûch, dy RINSKE om hiar gemak in de iene hoeke fen 'e keamer opgarre hie, scoe hia hiar in ienen ek de foetten net forstûkje. En as 'k juns siûr ha woe, den moast ik it

mar sidse. Hia koed dat ommers doch net witte. Ik hie 't ommers altiid for de mode hawn om jüns nei de herberge to gean, hwerom den nou ek net? En derop gинг se foar de iepene kagchel sitten to blasen, en 't liocht fen de glimmende koallen skinde op hiar groue bölle reade wangen, sa dat ik hiar net oan sjen koe, of ik moast jimmer tinke: „'t Is to mal! ik wit to goed dat dit mìn kostfrou BOKKE RINSKE is, in kristelike, earlike oprichtre kûpers-widdou; hwerom mat ik den, as 'k hiar der sa siuch, altiid om dy hege hearskippen tinke, dy hier djiep, tige djiep onder ûs wenje op in plak, der 't freeslike hiet wêse mat? En hwerom komt it my by hiar blasen altiid in 't sin, dat er mogelik op dat plak hier djiep onder ûs ek wol immen sit, dy koallen oanblaest om mìn hearlik houliksgelök in bîtsje op to stoken!”

Hierût ken elk nou wol opmeitse, dat by my alle biswieren yet net ta 't fenster ût smiten wieren; en hia schoene yet slimmer wirde.

Do ik ris op in neimidei by mìn faem wei kaem en de striette lans roan, hearde 'k fen fierren al in great rumoer. De mensken seagen ta de fensters ût en foar in doar stiene ek in hiele heap by elkoar, dy der in 'e hûs op loerden. En krekt do ik dy doar foarby gean woe, sleach OEBLE biendermaker oer sîn onderdoar hinne, krekt allik as in biljartbal soms oer de ban hinne springe ken, en kaem mei sîn stompe ein in de goatte tolanne. „Lieave ginst, bûrman,” sei GRIBBERT KOAL, „ho komt dit sa mal?” „Ja, dat mei jy wol sidse,” seit OEBLE; „mìn frouliu habbe my

der út smiten." „Hwerom dat sa?" freget GRIBBERT wer. „Ja man!" seit OEBLE, wils 't er wer oerein klaut, „dat scil 'k je sidse: mìn wiif wol hwet ik wol, en dat wol *ik net.*"

Om 't my dy grap nou net in bít oangîng, stapte 'k mar stil tröch en do tocht ik sa by my sels: dat is doch in nuver sidsen! Hwet scoe dy kerel der mei miend ha: „Mìn wiif wol, hwet ik wol, en dat wol ik net?" Der scil ik omke Tis ris nei freegje.

Ik ging derom nei him ta en forhelle him de grap en deelde him dat sidsen mei en frege him: „Hwet miende dy kerel der mei, omke?" „Ja!" sei er en stapte djiep tinkende de keamer op en del, „en dy kerel wier der fen sîn frouliusfolk út smiten, seiste?" „Ja," sei 'k, „dat sei er tominsten sels." „En hy siet in de goatte?" frege er fierder. „Ja," sei 'k, „der siet er in." „Nou," sei omke, nei 't er him in poas bitocht hie, „den scil dat ek wol de wierheid wêse, en sîn wiif het er him den stellich wol út smiten, en den is sîn sidsen sa to forstean: „Min wiif wol baes in 'e hûs wêse, en ik wol ek baes in 'e hûs wêse, en onder de hearskippy fen mìn wiif wol ik my net del jaen." „Mar," liet omke derop folgje: „as hia in 'e hûs stean bliuwn is, en hy het foar 't hûs in 'e goattelein, den scil hia wol baes in 'e hûs wêse."

Ik wit net, mar it waerd my nei dit petear biustere fortretlik en binîpt to moed. Fen dy side hie 'k mìn foarnimmen yet net bisioen.

„Omke," sei ik, „jy kenne my doch, en jy kenne hiar ommers ek; hwet tinkt jo den wol, hwa fen ús

beiden scil baes in 'e hûs wêse?" „Ja," sei er, „ik siuch er hiar hiel end al net for oan, dat se graech foar de doar in 'e goatte sitte scoe wolle, ik hald 't er for, dat se lieaver in 'e hûs bliuwt." „Wel divels!" sei 'k. „Nou," sei omke, „sa slim scil se 't nou, tink ik, net meitse; mar sa'n biminlike seafte froulius-hearskippy, — lik as de mensken dat neame, — scil se wol oer dy út-oefenje; dou scitte wol in bitsje oan hiar liedban renne matte, en op din reach scil men in letter tiid wol sjen kenne, hwet litse hakjes hia onder hiar toffels het."

„Bang meitsen bitsiut neat," sei 'k, „ik scil hiar nei de brilloft fen de miet ou oan wol nei min han wenne." „Forlit dy der mar net op!" sei omke. „Kenste 't alte sechje net:

Meitse 't wiif foar 't trouen mak,  
Of dou rekkest ond'r 'e plak?"

„Né," sei 'k, „dat is for my alhiel hwet nys!" En ik sette der by in pear eagen op, krekt as omke my forteld hie, dat se my paus fen Romen makke hiene. „Nou," sei er, „gean den sitten, den scil ik dy in stikje fortelle." „Fortel mar op!" sei 'k, „mar hald de tapassing mar by 'n efter; der ben 'k al to ald ta." „Wes mar net bang," sei er, „de tapassing scil din lieaf wifke wol op hiar nimme, ast dou min rie net folgje wotte."

Ik ging den by min omke sitten, en hy bigün to forheljen.

Do ik in min jongkheid to Rommelhaven forkearde,

wennen der twa flinke kerels, de iene hiette WOPKE en wier smid in dat dorp, en de oare hiette LIEPKE, dy wier mûnler. De smid wier in liepe skevel, dy sîn handwirk fiks forstie; de mûnler wier sa tûk in allen net, mar hy hie jild. Nou kaem er mei de tiid in praetsje tröch de bûrren: „Jonge noch ta! ha jimme 't al heard? WOPKE smid en LIEPKE mûnler habbe de ren by FYKE en MARYKE, de dochters fen de bysitter; en hia prate sterk dat it mei maye trouen wirde scil.” En dat kaem ek sa ût, hia trouden beide op 'e selde dei, en de ald bysitter liet in brilloft oanriuchtsje fèn hwerbenjemy, en wy as jonge synten waerden der ek op noadge, en 't huget my yet as de dei sen jîster, ho pleisierich as 't der tagîng, hwent de siktaris-klerk LOLKE BROEKSMA geat my de moarns in houten skûtel fôl bier oer de hölle leech en sei, do ik der lîlk om waerd: „It is mar in grap!”

Nei de brilloft gîng 't mei de twa pear jonge liu ek allegearre goed en wol; mar dat dûrre net malle lang. Der waerd mei de tiid in 'e bûrren mompele: „Jonge, ha jimme 't al heard? De mûnler kriget bruuyen sen sîn wiif.” En dat wier ek wrîchtich wier. Lenkear op in sneinneimiddel kaem de mûnler by de smid, dy in de herberge siet to kaertspiljen, en de mûnler sei: „Nou, hwet dy jûn oerkomme scil, dat wit ik al.” „Ho dat sa?” freget de smid en giet opstean en mei sîn sweager bûten doar. „Nou kom,” sei de mûnler, „hald dy mar sa onnosel net; wy benne der beide moai inroan.” „Aste mîn wiif mienste,” sei de smid, „den mat ik dy sidse, ik hab in goede hiers-

man." „Ja," seit de mûnler, „as se net thûs is." „Kom ris mei my," seit de smid. „Ik hab jister baergeslachte en dou witste, mîn wîf mei graech bargemarge. Ik scil dy it biwîs leverje." Hia gingen togearre nei de smid sîn hûs, en do se der foar stiene rop de smid: „FYKE!" Sîn wîf seach ta 't fenster út en frege: „Hwet mat ik?" „Hark ris FYKE," sei de smid, „helje gau ris dy platte panne mei barge-marge, en smît dy ta de doar út, hier op 'e striette." „Hwet seiste?" frege 't wîf. „Smît de panne mei barge-marge ta de doar út." „Op 'e slach!" seit FYKE, en dou koeste 't sa gau net tinke, do fleach de panne mei 't skoander item oer de onderdoar op 'e stiennen, op 'e selde menear as fen 'e moarn OEBLE biendermaker. „Moai sa!" sei WOPKE smid; „kom FYKE, smît nou dy poat mei dat oare bargebarge der ek mar út." — Nou, dat barde ek, en de smid sei: „Dat heste fiks makke, FYKE; ik hoopje dat de tiid dy net forfele scil as ik jûn hwet let thûs kom."

Do gîng baes WOPKE wer mei sîn sweager LIEPKÉ mûnler nei de herberge, en sei onderweis; „Nou, hest it nou sioen?" „Ja," sei de mûnler, „dat is de moeite wirdich. Ho hest hiar sa fier krigie?" „Op in hiel iensfaldige menear," sei de smid. „Hest hiar op-slütten?" „Né!" „Hest hiar ouransele?" „Né, ek net!" „Nou, hwet hest den dien?" „Dat scil ik dy sidse," sei de smid. „Do wy yet fryden loerde ik it hiar altiid al ou, op hökker dingen hiar meast it sin foel, en sa waerd ik wîs, dat se in boel mei moaye readsiden doekjes op hie. En ienkear, do wy togearre

koffydrunken en der elk in stik dimter koeke mei goed bûter by hiene, makke ik de tafel by ongelök gans fet mei bûter, en do naem ik hiar readsiden doekje en sage der de tafel mei ou. Dou kenst wol tinke, dat hia do freeslik bigûn to bearen; mar ik sloech hiar dalik de earm om 'e mil en tute hiar tige, en ik sei: „Stil mar FYKE! dou hest my ommers! Hwet is der oan sa 'n doekje forbard? Sa 'n doekje kenst alle dagen wol wer krye; mar ien dy safölle fen dy haldt as ik, finste dîn libben net mear.” Nou, do wier se ïn ienen wer goed. Do 't wy mei 'n oar nei Leauer-dermerke wieren kocht hia sa 'n pear moaye litse read-porsleinen steltsjes. Do wy thûs wieren koe hia hiar net sed sjen op dy steltsjes, en ik krige der ien fen en knoffele der hwet onfoarsichtich mei om, en — paf! — liet ik it op 'e stiennen flier' falle. Do stie 't skriemen hiar neyer as 't laitsen en lik wier se ek; mar ik tute hiar en sei: „Siuch sa sûr net, FYKE, 't is better dat dat steltsje stikken is, as dat ik in earm of skonk britsen hie; hwent ik scil ûs libben lang it brea for ûs beide winne matte.” Op in oare tiid stompte 'k hiar in knop fen 't eariser ou; do bigûn se al to laitsen en sei: „Dou meist my wol in ny eariser for dat alte jaen, hwent it is in alderwetsk fetsoen en 't past my net goed.” Nou, ik sei: „Der ben 'k gjin hûn oer,” — en 'k hab it ek dien. En sa is dat bliuwn; hia is mei alles tofreden. — Mar ik wol wer nei binnen, it stiet my hier to kald.” — De smid ging wer ïn 'e herberge to kaertspiljen en de mûnler ging nei hûs. In great healûre mei dat lin wêse,

do kaem de kastlein in de jachtweide en sei: „Baes WOPKE, wolle jy ris efkes bûten doar komme? Jou sweager LIEPKE mûnler stiet hier foar en siucht er freeslike raer út.” Baes WOPKE roan sadwaende bûten doar en der seach er sîn sweager mei in toklaude kop en in tsiok each, en hy seach net in bît-sje forheard en frege: „Lieave ginst, sweager! hwet skeelt er nou oan?” „Ja, dat meist wol sidse!” seit de mûnler, „dat komt fen dy forflokte grappen, dyst my hioed forteld heste.” „Ho dat sa?” frege WOPKE. „Mast dat ek yet freegje?” sei LIEPKE. „Ik hie dîn malle kluchten goed enoch onthalden, en do tocht ik by my sels, hwet by de iene sister holpen het, ken ommers by de oare ek helpe; men ken 't sachts ris bisiikje. Ik gîng sadwaende nei hûs en min wiif stie foar de spiegel om hiar eariser en mûtse hwet better to setten, hwent hia scoe nei de bakkerinne to koffy-drinken, en hiar flöddermûtse lai op 'e tafel. Ik tochte: dat tref ik net onaerdich! Ik naem dy flöddermûtse en ik tochte: as ik dy nou in de hanwaskerskôm mei snûsterich siepsop dip, den ken er goed wirde. Nou, ik die dat, en hia seach fest in 'e spiegel hwet ik útfierde, en ear 't ik er op fortocht wier sette hia my hiar tsien geboden op 'e wangen en klaude my as in kat. En do 't ik sei: „MARYKE, dou hest my ommers, en in flöddermûtse kenst maklik wer krye,” do rop se: „Ja, ik hab dy! en dy flöddermûtse scil 'k dy ongemaklik ïnpiperje!” — En siuch ris!” sei de mûnler, wils 't er de han foar 't each wei naem, „sa het se my tsjin 'e kop oan slein, en dat om dîn divelske forhaeltsjes!” —

„Dou domme söksis!” sei de smid, „ha 'k dy den net sein, dat ik dy stikjes foar it trouen ûtfierd hab? Hwet foar de brilloft helpt, helpt nei dy tiid net meer.”

„En dat is nou de skiednis, mîn jonge,” sei omke Tis, wils 't er oerein gîng, „en aste forstannich biste kenste er in foarbielde aan nimme.”

Ik gîng ek oerein en roan nei 't fenster; ik liet dy skiednis ris in mîn hölle omgean, en op 't lest kearde 'k my om en ik sei: „Dat is in brike skiednis, omke! Jy habbe oars wol ris moayer stikken forteld.” — „Ja,” sei de alde laitsende, „omdat ik dy oars altiid de tapassing der dalik by jowch, en hier mast him sels siikje.” — „Jy scille doch net miene,” sei 'k, „dat ik mîn faem hiar mûtse in de hanwaskerskön mei siepsop triuwe scil of mei hiar siden doek de tafel oufeye?” — „Dou koest it doch wol ris bisiikje,” sei de ald bîsfynt, en lake dat er sködde. „Nou ja,” sei 'k, „dat moast er yet by komme, den scoe 'k just moai oan 't heakje beet-sitte.” — De alde glimke jimmeroan by himsels, en wils 't ik sa tochte: alde liu benne wonderlik, as 't reint wolle se 't lan ut to swiljen, — sei hy: „Jonge, ho ald biste nou eigentlik al?” — Nou 't ik oan 't fryen wier woe 'k fen mîn alderdom net lieafst praet hearre, en ik tochte by my sels: — Ha ha! Hy bigjint wer mei pîper to struyen, en 'k sei: „Hwerom freegje jy dat?” „O,” sei er, „dat kaem my sa mar ris in 't sin.” „Nou,” sei 'k, „den ken 'k jo sidse, dat ik de saunde November langlesten ienenfiertich jier warden ben.” „Sadwaende,” sei er, „heste de fiouer krûskes op 'e rech?” — „Ja,” sei 'k, „is jo dat net nei 't sin?” —

„'t Is my alderbest,” sei er; „mar my komt derby in  
 't sin dat alde sidsen: as immen op sîn twyntichste  
 jier net moai is, op sîn tritichste jier net sterk, op  
 sîn fierichste jier net wiis en op sîn fiftichste jier net  
 rîk, den ken er 't mar slûpe litte; sen s'an ien komt  
 neat to lanne. En dou likest my ta, in din twa-  
 ènfierichste jier yet net wiis to wêsen.” — „Omke  
 Tis!” sei 'k, en ik stiek mîn hölle permantich oer-  
 ein, „dy my for dom oansiucht, dy is de planke  
 mis,” — en derby mat ik fest in tige dom gesicht  
 set ha, hwent omke lake en hy sei: „Dou kerst mei  
 dat al for dy sels gjin tapassing ût mîn skiednis meit-  
 se. Mar hark ris, jonge, dat is ek mar in gelikenisse.  
 Hwet dy smid ûtfierde mei 't siden doekje, mei 't read-  
 porsleinen steltsje en mei de earïsersknop, dat past net  
 for dy, dat wit ik wol. Dou mast it fensels oars on-  
 derlidse. By foarfield: fielste dy wol in steat, om op  
 din jierren yet foar de brilloft in stik of trye moaye  
 gekke streken ût to fieren?” — „Gekke streken?”  
 frege ik. — „Gekke streken!” sei omke. — En ik  
 roan de keamer op en del en ik lei dy saek ris oer,  
 op 't lest draide 'k my om en ik sei: „Ja omke, ik  
 leau al, dat ik yet wol gau in pear klear krye ken.”  
 „Fier se den ût,” sei omke. — „En jy benne fen  
 miening, dat ik dertröch baes in mîn hûs bliuwe scil?”  
 „Ik leau it al, mîn jonge! — Gekke streken, —  
 gjin gemiene! Siuch, as hia den gnorrich bigjint to  
 wirden, den falst hiar om 'e hals en dou tutest hiar  
 riucht hertlik, en dou seiste: „Hald mar op! Siuch  
 de grap mar oer de hölle, siuch lieaver op mîn hert,

dat heart dy ta en kloppet for dy sen nou oan ta in alle twichheid." — En den, min jonge," liet er der op folgje, „den kenst de foefsal der ek yet by to pas bringe, hwent — dou meist sidse hwetste wotte, — dy heart er nou ienkear by."

Ik lei nou de saek fen alle kanten yet ris oer en op 't lest sei 'k tsjin my sels: „Hy is din memme broer, en dou mast derin sin sin ris dwaen, en der ris in pear priuwkes fen nimme!" En ik die 't ek siker wier.

Nou scoe 'k hier de grappen fortelle kenne, dy 'k utfierd hab, mar ik wol 't al sa lieaf mar net dwaen. It koe by ongelök ris barre dat min wiif it forteltsje kaem to hearren, en hia koe 't den allicht in 'e rekk'en krye, dat al dy grappen mei oerlids pleats hawn hiene, en dat hia in hiar goedens by 't foetsje nomd wier, en den scoe se sidse kenne: „Hou, dit spil jildt net; dou hest net earlik spille. Ik scil de kaerten ris tröchsködsje. Sie sa! ik hab de foarhan en nou spilje ik ut. Biken disse en biken dy, en nou scille wy ris sjen ast dou oan 't heechste bod biste."

Mar mannich kear, as hia nou as min wiif sa stil en flitich om my hinne beusich is en for my allerhanne sorgen het, en my mei friûnlike inskiklikens bihannelt, den tink ik doch sa by my sels: „Skamje dy, datste net riucht han for foet to wirk gien biste!" En ik sei okkerdeis tsjin omke Tis: „Wit je hwet? Ik fortel it hiar, ho 't mei dy gekke streken foar de brilloft tagien is." — „Biste bilasere?" sei omke. „Elke riuchtskiepene kerel mat nou en den in goede gekke streek en in goede kwinkslach meitse; mar hy mei se sels

net wer fortelle, hwent den forliese se allebeide hiar kreft. — Jimme libje ommers gelökkich mei elkoar; wes der mei tofreden.” — „Ja,” sei ’k, „dat sidse jy wol; mar ’t is my mannich kear to moed, krekt as wy yet gelökkiger wêse koene, as hia in alles mar baes wier.” — „Mîn jonge!” sei mîn alde omke Tis, en hy lei my de han op ’t skouder: „al it gelök dat op disse wrald bisteanber is, falt nea net aan ien inkeld menske to bar; stel dy tofreden mei dat, hwetste heste. En hwet de echtesteat oangiet: heste dy alde JOCHEM SMIT yet kend? — Dy alde JOCHEM SMIT mien ik, dy mei sîn ald wiif tachtich jier ald waerd, en kort dernei mei hiar tagelik op ien moaye simmermoarn to hôve brocht waerd. Nou, dy sei ienkear ris tsjin my — hwent ik hab gjin bigrip oer dy saken: „hear wachtmaster”, sei er, „de echtesteat is lik as in appelbeam; der sit immen in en plôket en plôket; mar de moaiste en readste apels sitte boppe in de top, dat hast nimmen der by komme ken. As nou immen onforstannich is en mei gewelt dy apels habbe wol, den nimt er in stok en slacht de moaye apels der ou, mar soms slacht er tagelik de toeken der ek ou, der de measte knoppen aan sitte, dy de moaiste fruchten for de takomst biloofje. De forstannige man lit se stil sitte en wachtet ta de lette hearst, den falle se him fensels in de skette, en den smeitse se fölle swietter. En derom, jonge,” foege mîn omke der by, en sîn alde ernstige tronie seach er derby bysondere trouhertich út: „stomp dy reade apels net foar de tiid fen de beam; wachtsje de hearst ou, dat dûrret doch sa lang net mear, — en aste din

wif de leste moaye apel bringste, forhelje hiar den ek  
de storie fen din gekke streken foar de brilloft; en  
dou scitte sjen, dat hia hiar der den in formakket."

---

## UT DE FRANSE TIID.

---

### FOARSTE HAEDSTIK.

HWEROM FOKKE MÙNLER GJIN BANKEROT SLAEN KOE, EN HO  
'T ER MÌNHEAR DE BALJUW ÌN GREATE NEED BYSTIE.

Ik hab siouer omkes hawn; en as dy yet libben en  
mei my de striette lans roannen, den scoene de liu  
stean bliuwe to sjen, en sidse: „Siuch ris, hwet  
benne dat drege kerels Sök soarte benne er tsjinwir-  
dich tin siedde, dat benne yet omkes! En ien wier  
der by, dy wier in kop greater as de oaren en stike  
böppe hiar út as SAUL böppe sìn broerren; dat wier  
mìn omke WEBER. In de franse tiid, der 'k nou in  
storie út forhelje scil, wier hy baljuw; dat wier hier  
do destiids safölle as gritman. Hy hie altiud sa'n krea-  
se blaue rok oan, en in gielhaftige broek en hege  
gledde learsen. En al wier sìn tronie fen de pokken  
skeind, krekt as de dîvel der earte op tirsken hie, en  
hy in oansjen hie as hied er mei sìn oansicht op in  
stoel mei in bïsen matte sitten, — op sìn brede foar-  
hölle stie skriuwn, en út sìn blaue eagen koene men  
't lëse: „Gjin menskefrese; wol frese for God!” En  
hy wier in kerel op sìn plak.

Moarns om alve ûre hinne, den siet hy midden in 'e keamer op in stoel, en sîn snipper wiif bûn him den sa'n wite mantel om 'e hals, dy neamden se do in purgearmantel, en den bistoude se him mei poejer, en bûn sîn hier fen efteren by elkoar en draide der in kreasē stirt fen.

Dat wier nou safolle bysonders net, en tsjinwirdich draye in hopen frouliu hiar manliu efter de rech ek yet faek in aerdige stirt, mar sa 'n ien as mefrou de baljuwske makke, scoe gjin ien nou mear klearspilje; hwent as de alde hear middeis onder de kastanjebeammen in 't skaed roan to kuyerjen, den kipe dat alde litse bîsige hierstirtsje sa aerdich en forniinstich oer de blaue rokskrage hinne, en sei tsjin elk dy 't hearre woe: „Ja kîpje mar, nochteren **KLAES!** hwet mienste wol? Ik ben oars neat as 't utertste eintsje fen sîn hölle, en ik wippelje al sa nochlik de wrald in, nou kenst dy ris foarstelle, ho pleisierich as 't der fen binnen in is.”

En as ik den in boadskip die fen ús heit, en ik hie my der gled tröch redden, den sloech er my op 'e hölle en sei: „Fiks jonge, as in gewearslot! Dat mat net lang heakje en krite en knarsje; aste oulûkste mat it fiûrje. Kom, gean nou nei jiffrou **STELLINGWERF**, den ken se dy in apel jaen.” Tsjin ús heit sei er den: „Dou bist er fest bliid mei, net alde kening, datste in jonge heste. Jonges benne better as fammensbern; fammensbern benne my to kliemerich. Ik hab, godtank, ek in jonge; ik mien min soan **JOUKE**. Nou, hwet seiste?”

Us heit sei tsjin ûs mem: „Witste hwet de alde baljuw seit? Jonges benne better as famkes.” Ik stie oer de keamer en ’k sei fensels: „Jawis, omke het altiid gelik, jonges benne better as famkes, en alles nei fortsienst en wearde,” en ik naem it greateste stik tsiökstrou en ’k jowch mìn sister it litste, en ik hie in greate inbielding fen mysels, hwent ik wist nou dat ik in great stik fen in litse apel wier. Dat scoe likwol sa net bliuwe; it bled kearde mei de tiid om.

Lenkear op in dei — it wier in de tiid do de Fransen hier gans spil útjowgen — kloppe der hwa aan minhear de baljuw sîn keamersdoar. „Kom mar in!” rop de alde hear en dy der in kaem, dat wier FOKKE mûnler fen Grienderp, mei sîn stompe ein foar-ût, en makke in kompliment, der er sa dwars en forkeard mei oankaem, krekt as er de hear baljuw foar alles sjen litte woe fen hwet goed it krûs fen sîn broek makke wier. „Goen dei, minhear baljuw!” sei er. — „Goe moarn, baes FOKKE!” sei de alde hear. Nou, al neamden hia ongelike tiden fen de dei, hia hiene ’t doch allebeide goed, hwent de mûnler kaem moarns fiouer ure fen ’t bed en by him wier ’t nemiddei; mar by de baljuw wier ’t yet moarntiid, hwent hy kaem alve ure út de fearren. „Hwet boadskip heste, baes FOKKE?” — Hwent destiids waerden mûnlers en oare sliuchtweliu yet douke. „Ja, minhear baljuw, ik kom by jo om in wichtige saek. Ik scil ’t dalik mar sidse, ik woe nou ek bankerotslaen.” — „Hwet woeste, baes FOKKE?” — „Bankerotslaen, minhear baljuw.” — „Nou, nou!” mompele de alde hear, „dat

is in raer ding," en hy klaude op 'e hölle en roan de keamer op en del. „Ho lang hest nou al in disse grite-nye wenne?" — „As wy Sint Jan krye wirdt it trye-entrítich jier." — „Nou, nou," mompele de baljuw fierder, „en ho ald biste?" — „As de earte tidich benne wird ik siifendsechstich jier, mar 't ken ek wol seisendsechstich wêse, hwent ûs alte master HAMMER-SMID wier in alderbest man, mar op 't doopboek wier er slof en hy hie in mier oan skriuwen; hy liet sijn wiif it doopboek in order halde, — en hia hie hiar dagelikse drokte ek, — hia liet dat skriuwen wol ris in jier twa oprenne, sa lang as 't fiks de moeite wir-dich wier; den gîng se op in neimiddei by de liu lans en skreau de bern op, dy se yet net in 't boek hie; mar den roaide se 't mear nei de greatens en swier-rens, as nei de alderdom; en ûs mem sei altiid, mas-terske hie my in jier to min tarekkene, om 't ik mar in hean jongkje wier. Mar sen siifendsechstich hoeft ik my neat ontstride to litten, dat ben ik grif." — De alte hear roan onderwiles de keamer op en del en harke mei in heal ear, en op 't lest bleau er foar de mûnler stean en sei brimstich: „FOKKE mûnler, den biste fiers to ald ta din foarniinmen." — „Hwerom dat?" frege FOKKE forbûke. — „Bankerotslaen is in swier stik wirk, dat spilest dou op din alde dei net mear klear." — „Tinkt jo dat?" minhear baljuw?" — „Ja, dat tinkt my. Wy benne der beide to ald ta, dat matte wy oan jonge mensken oerlitte. Bitink ris eskes, hwet scoene de liu sidse, as ik bankerotslaen woe? Hia scoene sidse: de alte hear op 't slot is

gek worden," — en lei him fortrouwlik de han op 't skouder, — „en hia scoene der gelik oan ha, FOKKE. Nou, hwet seiste?" — De mûnler seach op sîn teannen en klaude him ester 't ear: „'t Is wier, mînhear!" „Nou," sei dé alde hear, en skodde de mûnler sa'n bitsje oan 't skouder: „hwer knîpt dy den de sköech? Hwet knelt dy it slimste?" — „Knelle? sidse jy, mînhear!" rop de mûnler en 't wier krekt as der him in brims ester 't ear stitsen hie, sa klaude er. „Strûpe! matte jy sidse mînhear, strûpe! — Dy joad, dy diavelse joad! En den de prinses, mînhear, dy forflokte prinses. — „Witste hwet, FOKKE, dat is ek in healwîse set fen dy, datst dy op dîn alde dei yet in in proces jown heste." — „Ja mînhear, do 'k my der in jowch wier 'k yet in mîn fleurige jierren, en ik tocht net oars, of ik scoe 't best by mîn libben ûtsionge; mar ik ha 't nou in 'e rekken, sa'n prinses is in langtriedrich ding; 't scil spanne dat 'k it foarhald." „It rent nou oars, mien ik, hird nei 't ein." „Ja, mînhear, en den rent it my dea; hwent mîn saek scil wol slim stean, de abbekaten habbe de boel forknoeid, en hwet mîn heite broers soan is, de jonge, dy nou alles erve scil, dat mat in slûchslimme lûbis wêse, en de liu sidse, hy het mei hirde werden bisward, dat er my der ût wrotte wol, ût it spil fen BORGERT to Molterp. En ik hab in earlike saek foar, mînhear, en ho 't ik ta 'n prinses komd ben, dat wit ik hioed de dei yet net, hwent de alde widdou BORGERT, by hiar libben, stie moaike oer mîn memme sistersdochter, en JOUKE FOKKES, dy mîn neef wier....." — „Ik wit de

hele skiednis," sei de baljuw, „en as 'k dy riede mei,  
den siuchst it ding to skikken." — „Dat ken ik net,  
mînhear. For minder as de helte döcht JOKE FOKKES  
jonge 't net, en as 'k him safolle bitelje scil, den stean  
ik neaken op 'e dik. Né, mînhear, it mei renne sa  
't wol, bakseil lûke dat döch ik net, den gean 'k liea-  
ver nei de prefekt. Sa 'n opslûpte jonge, sa 'n snot-  
leppel, dy mei sîn heite jild in 'e búse gean en swalkje  
ken hwer 't er wol, en net wit hwet immen om 't  
hert is, dy in hûshalding ta sîn lest het in disse sloppe  
tiden; immen hwa dy -dîvelske Fransen sîn bisten net  
onthelle ha en sîn hînsers net fen de stal nomd en sîn  
hûs net útplondere ha, *dy* wol him op my wreke?  
Mînhear baljuw, jy scille 't my tajaen kenne, dat ik  
sa'n slorm lieaver hwet hoastje; nim 't my net kwea,  
dat ik mei de hele wal útsfal." — „Baes FOKKE," sei  
de alde hear, „bidarje dy! It proces komt doch ek  
ienkear oan 't ein; der ta is 't nou fiks op 'e gleed." —  
„Op 'e gleed, mînhear? Né, it is in 'e maling,  
lik as de dîvel sei, do 't er Gods wird oan in swipe  
bûn hie en boppe sîn kop in 't'rûn slingere." — „'t  
Is wier, baes FOKKE, — 't is wier. Mar dat ken dy  
likwol op dit stuit net knelle." — „Knelle? — Knipe,  
matte jy sidse, mînhear, knipe, dat ien 't bloed út de  
fingerseinen spat. Dy Joad, mînhear, dy tryeris in 't  
salt bibitene Joad!" — „Hokker Joad is dat?" frege  
de Baljuw. FOKKE mûnler tipele mei sîn hoed om, en  
hy seach skrutel om him hinne as ek immen him hear-  
de, en hy ging sioelfoetsjende tichter nei de alde hear  
ta, hy lei de han op 'e mûle en lûstere sunich: „It

is IZAK, mînhear. — „Fy!” sei de alde hear, „ho komste by *dy kerel?*” — „Mînhear, ho kaem de dîvel by ’t ald wiif? Der gean wol ris goeds to tornbeisikjen en hia barne hiar oan de broeinettels; en de Flitsegeaster hûnegiseler miende dat er sîn krode fol heilige engels hie, en do ’t er boppe op ’e hege terp kaem, en tochte dat se do foart fleane scoene, do siet de dîvel sîn oarremem der in en gniïsde him oan en sei: „Alde hear, wy prate wol ris wer!” — In mîn greate need, do de fyand my alles ouhelle hie, hab ik siouer hûnderd gûne fen IZAK liend, en nou hab ik twa jier lang fen termin ta termin jimmer wer onderteikenje matten, en sa is de skild oproan ont niuggen hûnderd gûne ta; en dat mat ik oermoarn bitelje.” — „Hest der dîn han for set, baes FOKKE?” — „Ja, mînhear!” — „Den mast ek bitelje. Hwet skriuwn is, dat is skriuwn.” — „Och mînhaer, ik tocht.....” — „’t Helpt dy neat: hwet skriuwn is, dat is skriuwn.” — „Mar de Joad...” — „Baes FOKKE, hwet skriuwn is, dat is skriuwn.” — „Ja, mar mînhear, ho scil ik nou?” — De alde hear roan oer de keamer om en striek sîn han oer de foarhölle, en den kipe èr de mûnler wer sa earnstich oan, en de mûnler kipe him wer sa oan, en einlings sei er: „Baes FOKKE, jonge mensken kenne hiar better tröch sökke dingen redde as alde; stiûr ris ien fen dîn jonges hier nei my ta.” — Baes FOKKE seach wer nei sîn teannen, en kearde him healwei om, en sei mei in lûd, dat de alde hear tröch ieren en sinen gong: „Mînhear, hwa scil ik stiûre? Min soan JOUKE het him dea meald, en KLAES is onder

tsienst rekke en net werom komd." — „Baes FOKKE," sei de baljuw, en hy striek de mûnler oer de rech en krike him by 't kin „hest den heel end al gjin bern mear?" — „Ja, minhear, sei er, en bigûn in de eagen to wriuwen, „yet sa 'n foech fanke." — „Nou," sei de alte hear: „ik hald net fölle fen famkes; hia benne my to kliemerich." „Dat benne se, minhear! hia benne to kliemerich." — „En in sökke omstannicheden kenne se jo neat helpe, baes." „Ho scil 't den mei min saek komme?" „Exkusie, alte friûn; de Joad scil dy alles ta de doar ut helje litte." „Nou, minhear, dat habbe de Fransen al twakear dien; den mat de Joad it nou ek yet mar ris bisuikje. De mûnlestiennen scil er wol lidse litte. En ta 'n bankerot, tinct jo, ben ik to ald." „Ja, min goede man." „Nou, den it beste, minhear baljuw." Sa ging er foart.

De alte hear stie yet in poas en seach de mûnler nei, do 't er oer 't slotplein ging, en sei in himsels: „'t Is in slim stik for de iene aldman, de oare sa hiel end al tröch de minne tiden en tröch yet minder mensken in 'e grûn gean to sjen. Mar hwa scil him helpe? It ienichste is him tiid winne to litten. Niuggen hûnderd gûne! — Hwa het op dit stuit niuggen hûnderd gûne? Ik leau, as dy alte Roggeblom fen Skiersander bûten rekkene wirdt, den ken 'k disse hele gritenyen op 'e kop sette, den falt er yet gjin niuggen hûnderd gûne ut. En Roggeblom docht it net. Mei peaske scoe 't moglik klear komme kenne; mar sa lang wachtet de Joad net. — Ja, ja, for alte liu is

't in slimme tiid." (De gritenyen hietten do oars distrikten, mar de alde hear sei nei alderwenst altiid yet mar fen gritenyen.)

Wils 't hy yet sa ta 't fenster ût seach, do waerd it der bûten op 't hornleger sa roerich, en saun franse jagers rieden ta de poarte in en ien der fen sprong fen 't hinser en bûn it oan de klink fen jisfrôu STELLINGWERF hiar hinnehok, en gîng dalik derop nei binnen, nei de alde hear sîn keamer en bigûn him hwet tofoaren to sakkerjen en mei de earmen to swayen, wils 't de alde hear bidaerd stean bleau en him oanseach. — Mar do dat slimmer waerd en de Fransman de bleate sabel ûthelle, gîng de alde hear nei de skel en rop oan FREARK SIMMEL, dy sîn bodewimmel wier en alle rennende saken bisorgje moast. „FREARK,” sei er, „ren ris nei de maire en freegje him as er net gau efkes by my komme ken, hwent ik ben wer mei min latin oan 't ein.”

FREARK SIMMEL roan nei minhear RIPPEDRA, de maire, en sei: „Minhear, jy moasten al gau op 't slot komme, oars giet it siker wier forkeard.” „Hwet is der den los?” frege minhear RIPPEDRA. „Der benne in stik of siif fen dy skobberts fen franse jagers op 't slotplein oan komd, en ien, dy de oerman der fen is, dy is by de alde hear in 'e keamer en het alle earbied forgotten; hy het de bleate sabel litsen en dy lit er minhear foar de eagen flikkerje; en de alde hear stiet riucht op en del foar him en forrept en forroert him net; hwent hy forstiet fen de franse tael allike folle as de kat fen 't preekjen.” „Divel en gjin ein!” sei minhear en sprong oerein;

hwent hy wier in stevige en in biredte kerel, en frese  
hied er safolle net as 't swart onder de neilen, —  
en hy roan nei 't slot.

Do minhear RIPPERDA by de baljuw kaem, hie dy  
Fransman der in gefüter en in gewelt as in wild dier,  
en ût sîn mûlwirk spatte 't skom krekt as dat de douk  
ût in fet litsen is. De alde hear likwol stie bidaerd  
foar him en hie sîn „diksioneare fen Poche“ (\*) in 'e  
han, en sa faek as er in wird fen de Fransman sa-  
hwet healwei forstie, den bledde er in 't boek, om nei to  
sjen hwet Poche der fen sei. En do minhear RIPPERDA der  
oan kaem, do sei de alde: „Och min lieave man,  
hwet wol dy kerel? Ik ben der mei oan. Freegje jy dy  
kerel ris hwet er wol?“ Minhear RIPPERDA bigûn sadwaende  
mei dy kerel to praten, mar dy wier sa dwars en mal  
en tierge him sa heislik mei skimpen en skelden, dat  
de alde hear wer frege: „Min lieave man, hwerom  
stelt dy kerel him sa biuster oan?“ Nou, einlings krigie  
minhear RIPPERDA de Fransman sa fier, dat er mei sîn saek  
foar 't liocht kaem, en do tolke er de alde hear oer, dat  
de Fransman ha woe fistsiен fette oksen en in lest weit  
en saun hûndert jellen grien lekken en hûndert gouden  
riders; en den for him en sîn maten yet in goed rest  
„du wîn.“ „Min lieave man!“ sei de baljuw, „sids  
tsjin de kerel, dat wy him lieaver hwet op sîn“.....  
„Hou!“ rop de maire, „minhear baljuw, dat wird triuwe  
jy der net ût, dat scil er in de leste tiid al sa faek  
heard ha, dat er 't wol forstean ken. Né, wit je

---

(\*) Dictionnaire de poche.

hwet my best taliket? Jow him „du wîn,” den scil er licht al dat oare ïn 'e hoas sakje litte.” De baljuw jowch de maire gelik; hy rop FREARK SIMMEL en sei, hy moast jissrou STELLINGWERF om wîn en romers freegje, mar net fen de beste.

Nou, der kaem wîn, en de maire skonk de Fransman ïn en de Fransman skonk de maire ïn en dat gîng oer en wer, en de maire sei: „Minhear baljuw, jy matte ek mei oan 'e gong en my hwet helpe, hwent dit is ien fen dy liu, dy gjin boaim ïn 'e mage ha.” „Min lieave man,” sei de alde hear, „ik ben in ald man en de earste amtener ïn disse griteny; it jowt for my gjin pas om mei dy kerel to sûpen.” „Ja,” sei de maire, „need brekt wetten, en dit is ïn 't bilang fen de hele griteny.” Do gîng de alde hear der ek by sitten en arbeide nei sîn formogen mei. Mar do dat efkes dûrre hie sei de maire: „Minhear baljnw, de kerel is ús tofölle mansk; it scoe in greate segen wêse, as wy hier dalik immen hiene mei in goede mage en in sterke kop.” Dat hied er net sein of der waerd oan de doar kloppe. „Kom mar ïn!” „Goen dei, mei 'n oar,” sei alde FOKKE mûnler fen Grienderp, wils 't er ta de doar inkaem. „Goen dei, minhear baljuw!” „Goen dei, baes FOKKE!” „Ja, minhear, ik kom yet ris om mîn saek.” „Der is hioed gjin tiid ta,” sei de alde hear; „dou siuchst ommers wol, ïn hwet omstannichheid wy hier sitte.” En de maire rop: „Och, baes FOKKE, kom hier ris en döch ris in kristelik wirk; gean ris dwars foar dy Franskman sitten en nim him ris onder bihanling, mar net maklik.” En FOKKE mûn-

ler seach de maire oan, en hy seach de baljuw oan, en tocht er sines fen, lîk as de kalkoense hoanne, en hy sei in him sels: „Op sa 'n riuchtdei ha 'k yet net west,” — mar hy skikte him gau in de saek.

Minhear RIPPERDA ging tichter oan de baljuw en lûstere: „Minhear baljuw, dit is ús man; hy scil 't mei de Fransman klear spilje, ik ken him.” „Dat is moai,” sei de alde hear; „mar mîn lieave man, ho redde wy 't mei dy seis kerels der op it plein?” „Dat is mar sa 'n gemien skurf soadsje,” sei de maire; „lit my der mar for riede; ik scil hiar bang meitse.” En hy rop FREARK SIMMEL en sei: „FREARK, mîn jonge, gean ris esterût trôch de slottûn, dat nimmen dy siucht, en ren nei de ûrwirkmaker DROZ, en sids him, hy mat op steandefoet sîn montearing oantsjen, mei de lange zwarte silksangers en de bearemûtse en 't gewear en de sabel. Den mat er trôch de litse griene poarte en trôch de tûn glûpe en onder 't hockfeinster komme, en den mat er豪astje.”

Hwet nou dy ûrwirkmaker DROZ oangiet; hy wier oukomstich ut Neufschatel in Switserlan. Hy hie onder forskate potentaten tsienne en ek onder de Fransen. Einlings hied er hier in Frîslan in widdou troud en wier hier sa hingjen bliuwn. In frans grenadiers-pakje hied er oerhalden; en jûns as 't skimerich waerd, dat er net mear sjen koed om mei alde klokken en horlosies om to knoeyen, den teach er sîn montearing oan, en roan jimmeroa de keamer op en del; mar mei de bleate hölle; hwent de bearemûtse koed er der net op ha, dy roste tsjin de souder oan. En den bab-

bele er sen „le grand nasiōn,” en „le grand am-pereur,” en kommandearre it hele battaljon en liet riuchts swinke en lofts op de fyand inhoue, dat sīn wiif en bern īn in hoekje biside krūpten. Hy wier oars in goede kerel en scoe gjin bern kwea dwaen, en deis den lai sīn „grand nasiōn” īn in ald koffer; den makke hy klokken skien en skierre en smarde de redsjes, en hy iet friske ierappels en stipte se īn frisk spekvet.

Onderwiles dat nou de ûrwirkmaker Droz de slik-fangers gearknoopte en de bearemûtse opsette, siet FOKKE mûnler mei de Fransman by de tafel, en liet it him sûr wirde mei minhear baljuw sīn reade wîn. En de Fransman staette mei de mûnler oan en sei: „A Woe!” en den naem de mûnler sīn romer op en dronk, en sei: „Hamoe!” En den staette de mûnler wer mei de Franskman oan, en de Franskman bitanke en sei: „Serviteur!” en den dronk de mûnler ek en sei: „Tsjerkedeur!” Sa prætten se frans mei elkoar en dronken.

Hia waerden al geandewei greater friūnen mei elkoar; de Fransman stiek de bleate sabel īn de skeef, en it dûrre net lang of sīn swarte knevel krevele baes FOKKE onder sīn stompe noas, en de mûnler smiet him in pear īn 'e tronie dy „sta!” seyen; hwent dy ald mûnler hie in mûlwirk, krekt as er mei de noatskeppe opfoerre wier; ien tütsje fen him wier, sa goed as oare trye.

Krekt wils 't dat barde waerd er onder 't hoekfenster hoaste; minhear RIPPERDA glûpte ta de doar út en knoopte

de ûrwirkmaker in 't ear hwet er dwaen moast. Mînhear de baljuw likwol roan jimmer op en del en tocht er oer, hwet mînhear de prefekt wol sidse scoe, as er dat allegearre ris oansjen koe. En hy sei tsjin de mûnler: „Baes FOKKE, jaen mar gjin moed forlern; ik scil altiid om dy tinke.” — En de mûnler jowch ek gjin moed forlern, mar sûpte stadich oan.

De ûrwirkmaker gîng onderwiles tomûk, trôch de slottûn werom; mar do er op de algemiene wei kaem, dy op nei 't slot roan, do sette er in krop en stapte as in hoanne, hweat do wier er wer „grand nasion,” en trape strak en stiisf ta de slotpoarte in; en dat gîng him echt moai ou, hwent hy wier fen oansicht en postûr in oannimlike kerel. Nou, de seis franse jagers, dy by hiar hinsers stiene, seagen forheard en mûskoppen mei elkoar, en de iene gîng nei him ta en frege, hwer hinne? en hwer fen denne? Mar Droz seach him permantich oer 't skouder oan en sei him kort en stroef in 't fransk, dat er de ketiermaster wier fen 't trye end sauntichste resiment, en dat scoe mei in heal ûre der wêse kenne, en hy moast mei „mossieu le baljif” prate. Do krige de jager wiermen, en do Droz mei skerpe wîrdien bigûn to praten, oer strûkrovers en menskefilders, en forhelle, dat sîn oerman jister in pear deasjiette litten hie, do waerd it dy jagers to binaud en de iene nei de oare, drippende wei, makken se dat se foart kamen; en howol twa fen hiar yet mei 'n oar snetteren en nei 't slot wiisden, fen wegen hiar maet, gjin ien fen allen hie doch tiid om him op to wachtsjen, — en in de tiid fen in amery

wier 't plein leech. En de jonges seagen de franse  
jagers efternei, ho 't se tröch de weake modderdik bats-  
ten; hwent it wier krekt in de moaiste tüd fen de  
alderwetske klaidiken, in 't foarjier, as 't in poaske  
teid hie.

## OARDE HÄEDSTIK.

HWET JIFFROU STELLINGWERF EN DE ÚRWIRKMAKER MEI 'N OAR  
PRAETTEN, EN HWEROM FREARK DE FRANSMAN DE KNOPEN  
FEN DE BROEK SNYE WOE, EN HIM TONEI ÎN 'T BOSK  
OP BED BRÖCHT, EN HWEROM FYKE DE KEAP-  
MAN FEN MAKKUM NET NOMD HIE.

Do 't slotplein rom wier fen Fransen stapte de úrwirk-maker mei gewear en sabel in vrouw STELLINGWERF hiaar provisiekeamer, en dat menske fage hiaar eagen út en sei: „Minhear DROI, jy benne in reddende engel.” — Hwent hia neamde him altiid DROI, inpleats fen DROZ, hia miende dat „DROI” better fransk wier en de liu jowgen der de riuchte klim net oan. — De reddende engel sette nou sìn gewear tsjin de wasktöbbe aan en hinge sìn slakkestekker aan de fleskheak; hy sette sìn bearemûtse op it bûterfet, en gîng sels op de oan-riuchtbank sitten. Hy helle in rûtsjese bûsdoek út 'e búse, tearde dy eptich gear op sìn knibbel, en striek him dermei twakear seaft onder de kromme noas tröch, derop helle er sìn grote rûne snufdoase út de búse en rikte dy jissrou STELLINGWERF ta en frege hiaar: „Plait

il?" „Ja wol," sei frôf STELLINGWERF, „plet-i my dat, hwent wit je, mînhear DROI, ik hab biustere minne eagen, en hia benne sint forline hearst fölle swakker wirden; ik hab do sa slim siik west. De dokters jowgen dat in hége namme; mar mînhear DROI, ik sids, it wier iensfaldich de galkoarts, dy altiid útbrekt as de stoppels bleat komme, en derby bliuw ik. Sa praette hia en sette in hearlike brette einefûigel foar mînhear DROI op 'e tafel, en in flesse wîn derby, mar fende beste dy de baljuw hie; en hia knikte krekt as ien dy in 't wetter onderdûkt, en sei ek: „Plet-i?" Nou dat „plet i-de" de ûrwirkmaker ek tige, en 't waerd him to moed krekt as er siker wier in engel wie, en jissrou STELLINGWERF hiar prowisiëkeamer wier tsjinoer sîn ierappels mei bret spek in paradis. En do er oan de twade flesse wîn wier bigûn er drok to praten oer allerhanne hearlike soarten fen wîn dy er wol hawn hie en ek oer „de skoone SWEITZ." En jissrou STELLINGWERF sei: „Der ha jy gelîk oan, mînhear DROI, switten is in skoan ding, foaral as men forkalden is, den drink ik altiid flearthé." — „Och!" sei mînhear DROI, „fleertheé! wui! ik spreek von meine land. Och, ke most ens kommen in die land, da singen de feu-geln un da brommen de beeken."

Nou, onderwiles wier 't tsiuster wirden en FREARK SIMMEL kaem in de prowisiëkeamer en sei: „Nou is 't in moaye boel; mînhear de baljuw rent mei de bleate hölle by tsiuster in de tûn om en tinkt oerlûd; mînhear RIPPERDA is der stil út wûn, en FOKKE mûnlers FREARK het nou wol in ûre foar de poarte stien en skelt op de patriot

ten en op dy greate skelm fen in ROBBERT SPIER. En baes FOKKE haldt dé Fransman sín füst onder de noas en freget hwer 't sín fiouer hìnsers en sín seis ky bliuwn benne, dy de Fransen him onthelle ha; en de Fransman sit der en forrept noch forroert him, en drait mei de eagen om." „Hwet seiste, FREARK?" frege jiffrou STELLINGWERF, „forroert er him net?" „Né, jiffrou." „Hark ris, FREARK, ik wit datste tröch in tiid de mûle in de beide hinnen heste en datste soms fry hwet mei lieagens omgietste: ik freegje dy op din konsjensie ou: forroert er him hiel end al net?" „Né, jiffrou, in 't alderminst net." „Nou, mînhear DROI, kom jy den mei nei boppen, den matte wy ris sjen hwet er fen oan is. Nîm for de wissichheid hwet fen jou ridskip ta houen en ta stekken mei, en as jy siugge dat er my to liif wol, den matte jy my bystaen. En dou, jonge, ren dou nei mûnlers FREARK en sids him, dat er de hinsers mar ûtslaen mat en in 'e hûs komme; hwent better is better, en hwet ien fiks dwaen ken, scil twa net swier falle."

Mûnlers FREARK kaem den ek' in 'e hûs en krige in fikse slök, en sködde him ris, lik as dat by in fikse slök de mode is; en do gîngen se mei 'n oar nei mînhear de baljuw sín keamer; FREARK foarop, deroan jiffrou STELLINGWERF, dy de ûrwirkmaker aan de earm hinge, en FREARK SIMMEL kaem efteroan.

Do hia ta de keamer in kamen siet de mûnler by de tafel en hie twa folle romers foar him stean en staette mei de iene tsjin de oare en mei de oare tsjin de iene, en hy dronk bar om bar for twa, en hy lake

nochlik oer sîn hele brede tronie. Sîn sarjes rokje hied er ût tein omdat er waerm warden wier fen dat wirk, en op 'e hölle hied er de Franskman sîn blikken mûtse mei de lange hîngstestirt, en oer sîn grou liif hied er, sa goed as 't slagje woe, de Fransman sîn sabel festgaspe. De Fransman lai, sa lang as er wûchsen wier in in hoeke fen de briedstoel, en hie de baljuw sîn wite sliepmûtse op en sîn nachtrok mei de reade blommen oan. En dy snaek fen in mûnler hie him inpleats fen in sabel en greate einewiuk in 'e han jown, en dermei swaide hy stilswyend in de löft om; hwent prate koed er gjin wird.

Do jiffrou STELLINGWERF in de doar kaem en de omstannichheid seach, sette se hiar beide earmen in 'e siden, lik as elke riuchtskiepen aldfaem, dy op 'e riuchte wei wier, eigentlik dwaen matten hie, en frege: „Baes FOKKE, hwet scil dit? Hwet is dit? En hwet bitsiut dit?” De mûnler woe antwirdsje, mar hy rekke oan 't laitsen, en mei alle war koed er gjin wird ûtbringe as: „Komediekream!” „Hwette?” sei jiffrou STELLINGWERF. „Is dat in antwird fen in man mei wiis en bern? Is dat ontsach for din oerhear, om sa 'n Jan Klasenspil in sîn studearkeamer oan to riuchtsjen? Minhear DROI, kom jo mei!” — Dermei giet se op de Fransman los en skoert him de sliepmûtse fen de kop en slacht him der twakear mei om 'e earen, en seit oars neat as disse twa warden: „Dy onskildige sliepmûtse!” en „Dou farken!” en drait hiar om en röpt: „En dou FREARK, kom dou hier ris, en help dou my de kerel ût de alte hear sîn nachtrok: en jy, minhear

DROI, — jy scille der wol forstan fen ha, — nim jy dy healwîse mûnler dy sopkôm fen de kop en gaspje him de sabel los.” — Do dit den nou allegearre bard wier, sei se: „En dou FREARK SIMMEL, dou alde bîsfynt, dou eamelskoalle, dou maste ’t hert net in ’e hûd ha en sids tsjin minhear de baljuw, hwet er bard is mei sîn nachtgoed, hwent oars lit er ’t grif opbarne, en de nachtroc en de sliepmûtse kenne ’t doch net helpe, dat alte manliu hier tiergje as foege jonges.” — Derby seach se de alte gniisderige mûnler finnich oan, die de kork op ’e wînflesse, sette de hannen wer in ’e siden en hia sei: „Hwet nou?”

„Ik wit it,” sei mûnlers FREARK; hy helle sîn knift út ’e bûse, die dat iepen, en gîng op de Fransman ta, skoerde him de montearing los en bigûn him der op in freamde menear onder de korte ribben om to moffeljen.

„Lieave ginst, FREARK!” rop jiffrou STELLINGWERF, „hwet skeelt dy nou? Dou wost hier doch gjin moard bigean?” „Diabel!” sei minhear DROI en skoerde FREARK sîn earm tobek, en FREARK SIMMEL, dy domme koalle, skoerde ’t fenster iepen en skreaude: „Minhear baljuw! minhear baljuw! nougi et it oan!” — Klap! — der hied er ien op sîn snût, dy him heel net onbikend foarkaem, om ’t er alle dagen fen jiffrou STELLINGWERF wol in stik of trye fen de selde soarte krike; dat is út ’e rûge birekkene, hwent teld waerden se net.

Mûnlers FREARK likwol stie der hiel koelbloedich by en sei: „Hwet is der oan? Hwet skeelt jimme? Miene jimme dat ik in menskefretter ben? — Ik wol him ienfaldich de knopen fen de broek snye. Do ik in ’t

jier 87 de patriotten mei efter de böksen wier, ha wy dat altiüd sa dien as wy goeds fongen hiene. — Hwent witte jy, jiffrou STELLINGWERF, den koene se ûs net ontrenne, hwent den sakke hiar de broek op 'e knibbels."

„Skamje dy, FREARK, om sökke praetsjes tsjin my to habben! Hwet reitse my dy Fransman sîn broek en sîn knibbels? En fen sa'n spektakel wol ik hier neat witte, en nimmen scil sidse dat hier in minhear baljuw sîn studearkeamer sökke onfatsoenlike dingen to sjen west ha. Né, wy wolle lieaver ris rieplachtsje hwer wy mei dy kerel hinne scille.”

Do kaem FOKKE mûnler heal oerein en woe himsels op 't borst slaen, mar hy sloech leger en 't kaem him op 'e mage en hy sei: „Hwer hy hinne scil? — Nearne scil hy hinne? — Der ik ben scil hy ek bliuwe; wy habbe togearre broederskip dronken, en hy is in echte Fransman en ik ben in echte Fries, en dy der mear fen ha wol, dy ken hier mar komme.” — En hy seach hiar allegearre ien for ien oan, en do gjin ien der hwet op sei, tikke er de Fransman op 't skouder en sei: „Broeder! ik nim dy mei nei mines.” „Dat is 't beste ek mar,” sei jiffrou STELLINGWERF, „den benne wy fen him ou — Minhear DROI, pak him mar oan! En de iene „grand nasion” pakte de oare „grand nasion” by de skonken, en mûnlers FREARK naem him by 't kop-ein, FREARK SIMMEL droech it liocht, jiffrou STELLINGWERF hie de kommande oer de hele boel en FOKKE mûnler kaem stuitsjende esteroan.

„Sie sa,” sei FREARK, „hy mat mar tsjin 't esterkret oan. Sie sa, lids der nou mar! — FREARK SIMMEL slaen

de hînsers gau ïn. En jy, mînhear DROI, help my de mûnler der ris op; mar tink er om dat er 't evenwicht net forliest, hwent ik ken him, hy slacht bûten."

Do de mûnler to sit wier sei FREARK: „Alles aan boart?” „Alles aan boart!” sei jiffrou STELLINGWERF. „Nou den mar foart!” sei FREARK, mar pas wie 'r in stap twa foart, do rop de ûrwirkmaker: „Alt! alt! FREDERIK! ke ebt vergistern die kameraad sen sjeval, dat staan in de logies voor de kleine kip.” „Ja,” sei FREARK SIMMEL, „it stiet ïn 't hinnehok.” „Nou, helje 't den mar gau en bin it efter oan 'e wein.”

Dat waerd dien, mar wîls 't se der yet mei dwaende wieren kaem de baljuw ût de tûn werom en frege, hwet der oan 'e han wier. „Nen bît allegearre,” sei jiffrou STELLINGWERF „FOKKE mûnler het de Fransman mar forsocht om mei him to rideń en to nacht by sines to bliuwen.” „Dat is den in oare saek,” sei de alde hear. „Nou, goe reis, baes FOKKE! ik scil om dy tinke.” — De mûnler grommele hwet binnensmûle fen tige moai, groeisum waer, en jiffrou STELLINGWERF lûstere FREARK SIMMEL ïn 't ear, hy moast foarût renne en helje de Fransman sîn sabel en sîn hîngstestirt ût mînhears keamer, dat hy se net kaem to sjen. „Bring dat reau mar ïn mîn keamer,” sei se, „en lids it efter mîn bed.”

Mûnlers FREARK lei de swipe oer de gudsen en jage by de terp del de dik op, en hy sei ïn him sels: „Dit is in proefstik, as de alde baes by disse dûkelige daem en by sök jeyen op 'e stroesek sitten bliuwt, den komt er jûn ek allenne fen de wein ou. Mar do

se tröch in skeante rieden en FREARK ris omseach, do lai de mûnler twisken de foarste en de efsterste bank, en FREARK sei: „Sonder help komt dy net wer oerein, en hy helle in pear striesekken foar 't liocht en bistoppe him der mei, dat er net forkломje koe.

Sa kamen se tröch de skeante hinne, en de hinsers batsten stapfoets tröch de djieppen wei en tröch de tsiustere nacht, en allerhanne oertinkings gingen FREARK tröch de hölle. Foarearst kaem de mûnlerske him in 't sin, hwet hia in poas earder ris sein hie, do de mûnler allenne sa thûs kaem, en hwet hia nou wol sidse scoe, as se twa sa thûs krike, en hwet de mûnlers FYKE der wol fen sidse scoe, en hy skodhölle en sei: „It scil gjin goed jern spinne.” — Fierder toel 't him in, ho 't dy Fransen hier neaken en bleat as in bende skoajers in 't lan komd wieren, en ho 't se hier de mensken soms pleagen en neirieden en stielien hwet hiar gading wier. „En nou mat ik hier,” sei er in himsels, „mei disse twa ongeve knollen sa 'n skobbert fen in strûkrover tröch de smoarge dîk bringe. Dat ha wy allegearre to tankjen aan dy dîvelske patriotten. „Hou gudsen!” rop er en sprong fen de wein en ging efterom en naem 't efterkret er út en naem de Fransman by de skonken en loek him healwei ta de wein út; do sette er 't skouder der onder, en sioude him oer in foech sleatsje in 't bosk en lei him onder in bôek. „Ja,” sei er, „do de Fransman hwet bigûn to s keuken,” „dat is dy wol in bîtsje wiet, mar dou bist fen binnen wiet, bwerom den fen bûten

ek net?" En hy seach nei boppen in 'e löft: „For de leste Februaris dei is dit in tige moaye soele nacht, en al röpt de koeküt nou net, ik hab him doch forline simmer in disse bôek röppen heard, en as 't God bilieaft röpt er fen 't jier hier wer." En do de Fransman sa 'n bitsje rîsboske, krekt as 't him kald tröch de lea gîng, sei FREARK: „Is 't net wier, maet, it is in bitsje koel, en ik koe dy hier nou moai ris dek-op jaen mei in handich eintsje prikke, en der scoe gjin hoanne nei kraye, mar ik wol dy biwîse, dat ik in kristelik hert hab." En hy gîng nei de wein en helle in pear earmfollen stric en smiet dat oer him hinne en sei: „Nou, it giet dy goed! meinimme wol 'k dy net. Hwerom scoe 'k de mûnlerske en FYKE om dy oerstiûr meitse?"

Tichte by de mûnle makke er sîn baes wekker en praepte him moed aan en sei: „Kom, baes, gean nou riucht oerein op 'e bank sitten, ik help er jo dâlik ou." De mûnler riïerde oerein en sei: „Ik bitankje jo heechlik, mînhear baljuw!" En hy seach forheard om him hinne, hwer 't er wier, en hy frege, hwet hinser dat wier, dat ester de wein oan siöttele. En do er hwet ta him sels kaem, do taeste er ester in 'e wein del en frege: „FREARK, hwer is de Fransman?" „Ja, hwer is dy?" sei FREARK, en hia stiene foar de doar, en FREARK sprong fen de wein, en holp de baes der ou, ear 't de frouliu mei liocht kamen. De mûnler strampele in 'e hûs op en sîn wiif kaem him tomiette en frege: „Nou, heit, ho is 't ougien?" —

De mûnler arbeidde oer de hege drompei in 'e keamer op, hy lei sîn hoed en wanten op 'e tafel en roan in kear twa de keamer op en del en sei: „Dat is in slimme toer.” „Dat siuch ik,” sei sîn wiif. FYKE siet efter de tafel to himdhayen. De mûnler roan wer permantich op en del en sei: „Siuchst neat oan my?” „By de bult!” sei 't wiif. „Dou hest wer by WITSE bakker sitten, en hest dîn binîpte omstannichheden forgotten en hest dy in 'e drank jown.” „Ei, mienste dat? Wol ik dy hwet sidse: in wîse hin leit ek wol ris bûten 't nest. Né, ik hab mei minhear de baljuw en de maire en in franse generael of sahwet, friûnskip dronken, en minhear de baljuw het tsjin my sein, hy scoe om my tinke; hwent dit gîng for 't faderlan. En FYKE, dit ha 'k dy to sidsen: smît dy net wei, dat hoeft net to dwaen. Mei de keapman fen Mak-kum hiest om min part wol troue kend; mar dou woest net.” — FYKE seach sahwet heal en heal fen hiar nayan op en sei: „Heit, hald der fen op, tominsten jûn.” „Moai sa, min dochter! Dou hest gelik, bern. Siuch, dou bist min ienichste; hwer is KLAES en hwer is JOUKE? Och min lieave God! Mar ik sids 't dy: smît dy net wei! en mear 'sids ik neat. En ûs jildaek, mem? Hwet seit de alde hear de baljuw? Baes FOKKE, ik scil om dy tinke. En den de Fransman, mem, de Fransman. Hwer dîvel is de Fransman? Hy lai doch tsjin 't esterkret oan. FREARK mat it doch witte.” Hy helle 't fenster op en rop: „FREARK! FREARK! hearst my net?”

FREARK hearde him tige best, mar hy knipeage ris

en sei: „Ja, skreau dou mar! — Hwet scil ik der folle fén sidse, hwet de mûnlerske sels goed enoch sjen ken? Ik scil my de fingers net barne.” Derby bûn er de Fransman sîn hînsen aan ’t rib, en naem it sealtûgh er ou, en do er de mantelsek in ’e hannen krike, sei er: „Divel! dy is swier!” en lei him in sîn foerkiste, sködde de leste hiouer foar sîn hînsers in ’e krebbe, ging op bed en slipte krekt as der neat bard wier.

Do de mûnler biginne woe op to spatten, om ’t FREARK net kaem, do sei sîn wiif: „Heit, lit him mar bliwe; dou bist wirch, dou hest de hele dei op ’e wein omtorke en hest it dy sûr wirde litten: kom, gean op bed. FYKE scil ’t dy wol in bîtsje waerm meitse, dat de jûnlöft dy gjin neideel docht. „Memke,” sei er, „dou hest altiid gelik, ik ha my skandalich oumartele, hwent jildsaken gean in menske altiid nei. Nou, mines benne in ’e es, sa goed as in ’e es, hwent minhear de baljuw sei „Baes FOKKE, ik scil om dy tinke.” „Moarnier bytiid mat ik wer nei Stoppelgea.” Dermei ging er in de oare keamer, hy makke dat er op bed kaem en slipte mei gauens dat er snorke.

Mem en FYKE sieten yet in poas op, en FYKE siet stil in djieppe oertinkings en hia naide mar stadich aan foart. „Ja,” sei mem op ’t lest, „FYKE dou bist iwerich en ik lids de hannen ek net in ’e skette, en heit het sîn libben lang arbeide en dien hwet er mar koe. Mar hwet helpt dat allegearre? De slimme tiden meitse ’t us to biswierlik, en hwet de Fransen us

halde litten ha, dat ploitse de abbekaten en de Joden  
 ... Oermoarn matte wy niuggenhûnderd gûne oan  
 hark bitelje, en wy habbe gjin skelling in 'e hûs.  
 Hare heit haldt him mar krekt as er alles foar elkoar  
 hâldt, mar dou mast him jûn gjin acht slaen. Jûnspraet  
 en oersprael is twaderlei; mar in ien ding hied er  
 juus doch gelik: dou moast dy keapman fen Makkum  
 mar nomd ha." „Hark ris, mem," sei FYKE en hia  
 lei hiar han seaft op mem hiarres en seach hiar smout  
 in 'e eagen: „dat wier de riuchte net." „Och fanke,  
 alhiel end al nei 't sin troue er tsjinwirdich net fölle;  
 der skeelt altiid hast al hwet oan. Siuch, dy keap-  
 man het goed sîn brea, en as heit en ik wisten datst  
 dou goed to plak wierste, den wier der ûs in swiere  
 stien fen 't hert." „Och mem, praet sa net. Ik scoe  
 jimme forlitte wils 't jimme in need sieten? En dat  
 yet böppedien op in onearlike menear?" „Onearlik,  
 FYKE?" „Ja, mem, onearlik," sei FYKE en 't wier  
 oan hiar to sjen dat it hiar binîpt waerd; „hwent do  
 de keapman om my oantwong, miende er dat it mei  
 ûs in rom spil wier, en derom woed er my ha. Ik  
 woe him likwol net bidrage; hwent al hiene heit en  
 mem it út goedens for my forswige ho 't mei ûs stie,  
 en dat wy earme liu wirden wieren, ik hie dat doch  
 wol lang mirken. Nou witte de liu dat meast allegear  
 wol, en as der nou ien komt, dy my ha wol, den is  
 't him om my to dwaen en net om 't jild; en 't is  
 mogelik, dat dat den de riuchte is." — Dermei ging  
 se oerein en rolle hiar nayen gear: „Goe nacht, mem!"  
 sei se en ging nei hiar keamerke. De mûnlerske siet

yet in poas stil to tinken en suchte: „Gelik het  
se, en ūs lieaven Hear scil alles to besten bistiu're,  
hoopje 'k." Hia gîng ek op bed en alles lai in 'e  
djieppe rest.

### TREDDE HAEDSTIK.

HWEROM FREARK SIMMEL IN SNÛTSLACH KRIGE, EN DE ÚRWIRKMAKER DE HELE NACHT MEI JIFFROU STELLINGWERF  
HIAR LEDEKANT ÌN DE KEAMER OMSLEEpte, EN HWER-  
OM DE FRANSE OERMAN ÌN IN READE TEKKEN DE  
ÚRWIRKMAKER FORSIJKJEN KAEM.

Do de mûnler de slotwei delriden wier, gîng de baljuw nei sîn keamer ta, hy kearde likwol werom, gîng op minhear DROI ta en sei: „Hwet ben ik in jou skild, min goene DROZ?” — Nou, dy sei sa goed as er koe, hy hie dat mei pleisier dien, hwent de Hollandse wier nou sîn patrie, en hy wier doch foar de patrie. — „Dat mien ik net,” sei de alde hear, „ik mien for min horlosie, dat jy in order makke ha.” — Dat wier allegearre bitelle, sei minhear DROZ, „de klein garçon, FREDERIK SEMMEL” hie 't al toriuchte brocht. „Dat wit ik wol,” sei de alde hear, „mar min goede man, in úrwirkmaker mat men net allenne bitelje as er oan in úrwirk hwet makke het, né, ek as er der neat oan makke het. En om 't jy dat net dien ha, derom hier, min goede DROZ!” — en treau him twa riksdaelders in 'e han en gîng in 'e hûs.

„Nou,” sei jiffrou STELLINGWERF, „lit him mar renne. Hy is in wonderlike alte hear, mar hy mient it goed. Mar minhear DROI, kom nou mei in 'e hûs en koes-terje jo hwet op in min keamer, hwent by dit wiete grûsige waer scoe immen de siele in 't liif forkломje.” Minhear DROI ging ek mei, mar do se pas to sit wie-ren, der kaem FREARK SIMMEL in mei de Fransman sin hingstestirt op 'e kop en de bleate sabel in 'e han, en hy hie him in alle haest in knevel fen kearssnûtsel makke. — Klap! der hied er ien fen jiffrou STELLING-WERF hiar soarte om de earen. „Hansworst!” en hia skoerde him de blikken poat fen de kop en de sabel út 'e han, en sette dat goed ester hiar bed. „Hans-worst! Op sa 'n jûn, wils 't wy allegearre in noed en frese sitte, wost dou yet sôkke gekke oanslagen ha? Gean lieaver hinne en ren nei minhear DROI sin goede frou, en döch hiar de groetenisse fen my en dat se net onrestich hoeft to wesen, dat minhear DROI by my in min keamer is, en dat hier neat gjin gesaer is.”

FREARK SIMMEL ging hinne, en do sieten hia der to-gearre en fortelden elkoar fen alte en nye tiden; dat is to sidsen, hwet minhear DROI forhelle, der forstie jiffrou STELLINGWERF net fölle fen, en hwet hia förhelle dat forstie hy pas heal. „Hum is bon,” sei DROI en rinkele mei de twa riksdaelders in 'e han om, — „Jawis benne se goed,” sei jiffrou, „miene jy, dat minhear jo falsk jild jaen scoe?” — „Ah, niks fals kelt! Ik meene hum lui-même,” sei minhear DROI en wiisde mei de finger nei boppen. „O just, miene jy minhear de baljuw! Jawol is hy bon, mar ho alder er wirdt,

ho freamder, hwent hy makket de nacht ta dei, minhear DROI. Siugge jy, nou mat ik hier wer sitte to sieden en to brieden in gat in 'e nacht, hwent hy haldt sin jünmiel net earder as alve ure in 'e nacht, en 't wirdt ek wol ris toalve, en as dat skoander iten fordroeget en forbriedt, den kibbet er tige, en us mefrou is in weakhertich menske, den wirdt hiar it moed fol. Den sids ik wol: „Och, mefrou, tsich jo dat net oan. Kenne wy 't helpe dat hy libbet as in onkristen? Skriem mar net, wy habbe in goed gewisse.” Mar minhear DROI, it is in swier stik for my, hier jüns lik-me allenne sitte to matten en oan to hearren ho 't de hirde wîn om 't slot rûst, de rein tsjin de fensters oanslacht, de ülen skreaue en de tochte trôch de gong blaest, krekt as de boase geasten los benne. Harkje mar ris, hwet is 't nou wer in waer! — Minhear DROI, jy benne fest hiel end al net bang?” „Ah non,” sei minhear DROI, mar hy siet stil en harke nei 't waer en sei op 't lest: „Attendee du tonnear!” „Hwet miene jy?” sei jiffrou STELLINGWERF. — „Ik meen,” sei minhear DROI, en hy swaide de opstitsene finger hinne en wer, „ik meen die helle sik-sak, met rompel, pompel, rattatata.” „Den ha jy gelik, minhear DROI,” sei jiffrou STELLINGWERF, „hwent bûten doar giet it siker: rompel, pompel, ratatata.” „Ah,” sei minhear DROI, „dat ben de tamboer, dat ben mein kameeraat de krenadier.” — En hy sprong oerein en marsearde op en del mei de bearemûtse op, hwent it wierder heech enoch derfor, en den bleau er wer stean. „Hoor! se marsjeer op de marsjé, op de markt,”

en: „Hoor! dat ben de grand kanon, de sware geskut.” — En jiffrou STELLINGWERF siet der mei de hanen in 'e skette en seach him aan en sködhölle en sei: „Der dat doch ienkear in sit! Hy is oars in fetsoenlik man; hwerom stelt er him nou sa onbídich aan? 't Is lik as mei alde foerliu, al kenne se net mear ride en jeye, hia meye doch yet graech mei de swipe klappe.”

En 't dûrre net läng, der kaem BEARN wever sîn wiif ta de doar in; dat wier jiffrou STELLINGWERF hiar dagelikse oandraechster en apostel, dy brocht hiar 't nys út de bûrren oan, en for elke mûlfol nys, dat se in 't slot brocht, droech se der in poatfol iten wer út. Hia hie hiar rok oer de hölle en 't wetter dripte hiar ta alles út; hia sködde hiar earst in kear twa hwet ou en do sei se: „Fy, hwet is 't in waer!” „Jawol is 't dat, vrou STAAL!” sei jiffrou. Hia neamde de weverinne altiid vrou STAAL (hiar man, BEARN poep, skreau him BERNHARD STAHL) — „net om dat menske just,” sei se, „mar om mysels, hwent hwet scoene de liu oars wol sidse as ik sa great wier mei in sliuchtwei froumenske? — ja; ik stean ek yet hwet op min eare.” „Jiffrou,” sei vrou STAAL, „ik kom hier yet ris; foar de herberge, op 'e kouemerk wimmelt en krielt it fen Fransen, dy habbe forskate kanonnen by hiar; en min-hear RIPPERDA het min man ontbean, dy moast in dit waer en in de tsiustere nacht by de boeren rûn, om folk mei weinen to bistellen op moarntomiddei, en pas mar ris op: jimme krye ek inketiering.” „Dat wit us lieaven Hear,” sei jiffrou STELLINGWERF en hia gîng nei de

doar en rop aan LEEN en GRIET, dat se fiûr oansette moasten in de blaeue keamer, dy neist hiar keamer wier, en hia moasten ek twa bedden opmeitse. Hwent de dîvel scil strak wol sa'n snûshoanne fen in franse officier mei sa 'n smiunt fen in adjudant by de slotterp opkarkje." — Hia draide hiar om nei hiar selskip en sei: „Der kenne se lidse, en as dat spoek in dy blaeue keamer in kristelik spoek is, den scille hia to nacht net fôlle rest krye, en dat gin ik hiar. Hwent wit je, mînhear DROI," sei se, „in de keamer hier neist spoekt it; leauwe jy ek van spoekery?" — Mînhear DROI sei: „Né!" En 't waerd onderwiles bûten doar in hele opstand, en do jissrou STELLINGWERF ris útseach, der kaem siker in franse officier mei sîn adjudant ta de doar in en in pear ordonnansen kamen hiar efternei. Hia waerden in de blaeue keamer brocht, der se hiar fordroeggen, en do gîngen se nei böppen om mei mînhear de baljuw to iemetsjen.

Onderwiles siet mînhear DROI djiep in oertinkings en hy sei, it iene om 't oare: „Diabel!" en „Dianter!" En do se him fregen hwet der wier, do kaem er eindlings der mei foar 't liocht: hy wier danich in 'e mît en 't koe raer for him ourenne; hwent as hy mei sîn montearing en de bearemûtse en 't gewear en de sabel, ta de keamer út kaem en de striette lans roan, den koe in ordonnans him sjen of ien fen de franse wachtposten of sa 'n strûkrover fen in franse soldaet, en hia koene him freegje: ho en hwette? En as hy den gjin goede forklearring jaen koe, den koed de dîvel der mei onder spilje, en de storie fen dy mid-

deis koe aan 't liocht komme; en ho den? „Minhear DROI,” sei jiffrou STELLINGWERF, „dit is in slim stik. Dy slorm fen in FREARK SIMMEL sijn goed kenne jy net van ha; hwent al mochten jy jou lieaf milstik der in kringe, hwer bleauen jy den mei de beide einen? En fen minhear de baljuw sijn goed? Né, minhear DROI, sa 'n skandlik dwaen kenne jy net fen my fergje, hwent dat wier allike fölle as dat ik mei eigen hannen it slot in 'e bran stiek. En oare manliu ha wy, Godtank, hier net. — Mar minhear DROI, jy habbe us hioed út in greate need holpen en derom scil ik jo wer helpe. Jou vrou wit dat jy hier by kristenmensken benne; jy scille to nacht in min ledekant sliepe, ik lids der skienne lekkens op, en ik sliep by de binnensaem. Frou STAAL, kom jy efkes mei.” Dermei ging se ta de keamer út, en 't dûrre net lang of hia kaem werom; do lei se skien linnen op 't bed en hia frege wer: „Minhear DROI, benne jy nachts wol ris bang?” — Minhear DROI sei wer: „Né,” en do sei hia: „Dat is moai! hwent faek giet it in de keamer hier nest wonderlik ta: „tap! tap! tap!” mar it komt hier net in, ik hab in hûchiser op min doar spikerje littien. Nou, harkje ris! nou harkje ris! nou gean de Fransen hier neist ek op bed. Nou, harkje my dat genetter ris! Minhear DROI,” frege hia sunich, „kenne jy dat allegearre forsteaan?” „Wi,” sei minhear DROI. „'k Wol 't wol leauwe,” sei hia, „hwent dit sket is tin; dit wier earst ien greate keame, mar nou benne der twa fen makke wirden. Nou, goen nacht, minhear DROI! — vrou STAAL, kom jy mar mei my.” — Minhear DROI sci ek goe nacht op sijn

frans; mar 't wier krekt as er yet hwet op 't hert hie, dat er net sidse koe of net sidse doarst, en jiffrou STELLINGWERF sei sunich tsjin de weverinne: „Frou STAAL, jy benne troud, for my jowt dat gjin pas, sids jy de man efkes biskie.” — Hia gîng foart, en do gîng de weverinne mei de ûrwirkmaker ek ta de keamer ût.

Do se allegearre der ût wieren, der glûpte hwet de gong lans, der de nachtlamp 'barnde, ta jiffrou STELLINGWERF hiar keamer in. Dat wier dy bîsfynt fen in jonge; FREARK SIMMEL, en dy hie in skos iis onder de earm, sa great as de bol fen in hoed; en hy sprong as in kat op de bedsplanke fen jiffrou STELLINGWERF hiar ledekant in de hichte, en lei dy iisskos boppe op 'e kop fen 't ledekant, en sei in himsels: „Doch mar tiid, dou alde teapert! Dit heste for de earpeuters, dy ik krike hab; dit scil din oplieappende grimmitigens wol hwet bikoelje.” En dermei glûpte er wer ta de doar ût.

Do kaem minhear DROI der ek wer in; hy klaide him ût, lei „le grand nasion” foar 't bed op in stoel, fitste 't liocht ût en gîng liden. Hy rekte him in dat skienne wite bedgoed ris fiks ût en sei: „Ah c'est bon!” Hy harke nei de hirde wîn der bûten en nei de rein, ho 't dy by 't slot del spelde, en nei 't redenearjen fen de beide Fransen niunken him; mar einlings halde dat sakkerjen op, en minhear DROI wier krekt sa twisken sliepen en weitsen, do gîng dat: tap — tap — tap. „O!” tocht minhear DROI op sin frans, „dat is 't spoekjen hier neist.” En do harke er ris hwet sin lansliu der wol fen sidse scoene. Dy

leyen goed stil; mar tap — tap — tap — gîng dat stadichoan wer, en nou kaem 't mînhear DROI foar krekt as 't ïn sîn keamer wier. Ja, ïn sîn keamer wier 't, en as 't ïn sîn keamer wier, den wier 't ta de doar înkomm'd, ho scoe 't er oars komd wêse? Hy taeste sadwaende nei ien fen sîn skoen en smiet dy tsjin de doar oan, en op 'e gong jowch dat in geraes krekt as 't waer der ïn slein wier. De Fransen der neist bigûnen om to skeuken en praetten mei elkoar. Dat wier lîkwol gau wer stil; mar tap — tap — tap — gîng it wer, tichte by mînhear DROI sîn bed. Mînhear riisde oerein en bûchde him foaroer om better hearre to kennen. Klets! der falt him in drip op sîn keale kop, — en klets! yet ien op sîn kromme noas, en do er foar him ût taeste, do fielder er dat sîn tekkenspil sa swiet wei bigûn tröch to weakjen. „Dianter!” sei er, „it dak is net wetterticht en 't likt tröch de souder.” Ho do? Hy foel natûrlik op it fornimstigste middel, der in menske ïn sa 'n omstannichheid op falle ken. Hy woe sîn bed op in oar plak bringe. Hy gîng sadwaende der ou en bigûn 'dat swiere, alderwetske ledekant op 't höllenein oan to skoerren. Hy tocht lîkwol net om dy Fransman sîn blikken mûtse en sabel, dy ïn de hoeke stiene, en — jimme ha 't nea sa sioen! dat snûrret oan 'e mûrre lans en klappere en rammele oan de foettenein op 'e grûn del. Mînhear DROI waerd heislike kjel; by bleau stean en harke, en jawol! De beide Fransen wieren wekker wirden fen 't gerattel en geraes en kibben en fûteren. Hy lîkwol tocht: dat scil wol hwet holpen ha, en hy kroep wer ïn 't nest.

Mar nou wier dat stik iis al aerdich oan 't ranen, en dat dripte fen sels stadich op 't bedgoed del. Hy lai yet hwet; mar dat waerd geande wei slimmer, en hy waerd ek al kaldhaftich, hwent it wetter plakte al tröch, en hy tocht, fen sels op sijn frans: „Nou scille' se wol sliepe. Aste nou it foettenein los krye koeste, den wierst licht fen de likery ontslein.” Hy ging oer-ein en skoerde 't foettenein los, — bak! — der foel sijn gewear by de mûrre lans op 'e flier, en as dat ienkear poft hie, den poste 't do.

Der stie nou de goede úrwirkmaker en biet him op 'e lippe en kauge op sijn neilen, en halde de siken in, krekt as sijn sikheljen de Fransen wekker meitse koe, dy der neist al lûd kibben en kettermanten en „Silans!” rôpen en tsjin 't sket oan sloegen. „Que fear?” sei hy op sijn frans by himselfs; „de earste need mat oukeard wirde, lik as de bakkerinne sei, en do sloech se de baktröch ût elkoar en makke 't súrwetter der hiet mei.” Hy krûpte wer op bed en sei: „Godtank! nou ben 'k fen 't liken ou. Hy wier likwol ût de rein in de drip komd, hwent mei in strael roan 't wetter fen boppen op 't bed gear. Hy waerd sa kald en wetterich as in froask in 't foarjier. Der holp neat oan, hy moast er wer ût en wer oan 't lûken; mar foarsichtich, om neat omfier to reagjen. Hy loek nei de iene hoeke, der hie 't doch foar dy tiid droech west, hy loek nei de oare hoeke der hie 't ek droech west, en sa sleepte er de skoander lange nacht lans, mei dat ledekant in de keamer om, tige sunich, mar hwer 't er kaem, der wier ek likery.

Sa stied er den op 't lest in 't himd midden oer de keamer en mimere en mimere, ho 't dit doch wier en ho 't dat doch wier, en einlings sloech er himsels op sin frans mei de fûst foar de kop en sei: „Ik ben in esel!” hwent er wier him in liocht opgien. Dat wol sidse in sin hölle, hwent in de keamer wier 't tsiuster, en liocht moast er doch ha. Hy glûpte stil út 'e keamer op 'e gong; — der barnde de lamp yet; hy stiek sin kears op en ging werom; hy liachte omheech nei de kop fen 't ledekant; der seach er hwet lidsen; hy sei: „Ah kavalje!” hy ging op 'e bedsplanke stean, mar hy koe 't net rikke. Hy rekte him út sa lang as er koe. en grabbele op dat stik iis om; mar dat wier to glisterich en woe him net krye litte. Parbleu! in heal tomme langer! Hy set him mei alle gewelt to skrep: — knap! seit it boppestel, en de kop fen 't ledekant en 't stik iis en minhear DROI tommelen mei hiar tryen tsjin 't sket oan, der de Fransen efter layen, en der lai minhear DROI onder de onskildige wite gerdinien en skopte mei dy neakene skonken in 'e hichte, krekt as dy fortelle koene ho 't hiar baes to moed wier.

Op 't selde stuit ging de keamersdoar op en de franse officier kaem er in; hy hie, om gjin keall to skipjen, in reabonte tekken omslein en hy stiek in twaloops pistol foar him út, en efter him stie sin adjudant mei de bleate degen en mei bleate skonken. Minhear DROI wrotte onder 't goed wei, plakte gau de bearemûtse op 'e hölle, ging stiif riucht oerein stean, lei de han oan 'e mûtse en sei: „Bon swar, mon kolonnel!” — De officier seach him oan, de adjudant

seach de officier oan, hia hearden dat se in Fransman foar hiene; hia seagen de zwarte slifkangers en de hele „grand nasion” foar ’t bed lidsen; hia seagen sîn gewear en sîn sabel, en — hwet gekker wier as gek — hia seagen de sabel en de hîngstestirt fen de jager. Hwet bitsiuutte dat? en hwet scoe dat? — Minhear DROI stammere op sîn wise hwet by elkoar, en minhear DROI bigûn to ligen en dat died er oars wol wonderre moai, mar ’t slimste wier, dat er net leaud waerd. In de keamer en op ’e gong kaem in libben as in oardiel; de officier makke minhear DROI út for in deseriteur en in marodeur, mar de adjudant rop de ordonnansen, dy kamen fen ’t ien ein fen de gong mei tussen haesten heal klaid foar ’t liocht, krekt as der ien in ’t wetter fallen wier, dy hia nei springe woene sonder in wiete broek to meitsen. Fen de oare kant kaem jiffrou STELLINGWERF opsettén, mei de binnefaem en de keukenfaem by hiar; hia hie in greate stallantearne in ’e han, mar net folle klean oan. Hia halde de han foar de eagen, krekt as se ’t liocht fen de lantearne net forneare koe, en de binnensfaem loerde hiar oer ’t skouder en sei tsjin de keukenfaem: „Och hea noch ta! siuch ris LEEN! — „Skamje dy hwet!” sei jiffrou STELLINGWERF, „hwet scoe hia sjen? Hwet hest dou to sjen? En hwet is hier to sjen? Wy benne hier om dat onkristlik opskoer midden in ’e nacht, en omdat minhear DROI sîn stemme út eangstme en neden ta ús röppen het. En drai jimme nou om.” — De beide fammen en jiffrou STELLINGWERF draiden hiar om en lieten de Fransen hiar efterkant sjen, en jiffrou sei:

„Minhear franse officier, hwet scil dit? wat is dit?  
 en hwet bitsiût dit? Hwerom litte jimme minhear DROI in min keamer net restich sliepe? Dit is in kristlik hûs en in restlik hûs; sa 'n opskoer benne wy hier net wend.” — En hia foege der sunich in hiar sels by: „Ien fen dy snûshoannen scil my lichtwol forstean.” De franse officier biseach himsels, ho 't er der stie, in sîn reade tekken, en minhear DROI mei de beare-mûtse op, en sîn adjudant mei sîn meagere skonken, ho 't dy hinne en wer tripke in sîn iver, en jiffrou STELLINGWERF hiar brede efterkant; dat allegearre mei 'n oar kaem him sa pôtsich foar, dat er lûd bigûn to laitsen en hy sei op goed frisk: hia moast mar fierder prate, hy koe hiar goed enoch forstean, hwent hy wier in Fries, hy wier in Stellingwerver. „Sa skriuw ik my ek,” sei jiffrou STELLINGWERF. De officier lake wer en sei: hy wier út East-Stellingwerf, ten Donkerbroek, fen denne; hy skreau him TOLSMA. Jiffrou STELLINGWERF makke in djieppe búging fen esteren: „As 'k jo freegje mei minhear, benne jy licht ek folk fen ûs kastelein en tolgearjer, HAITSE TOLSMA?” „Dat ben ik net,” sei de officier, mar hy waerd niunkelitsen kald; derom sei er, de ordonnansen moosten by minhear DROI bliuwe, hwent hy scoe wol in franse disseriteur wêse; en hia moosten der ek nei pinsiskje, hwer dy franse jager bliuwn wier, aan hwa dy sabel en dy helm tahearde. Minhear DROZ bigûn wer to ligen en jiffrou STELLINGWERF skamme hiar ta de teannen út en draide fen ergernisse hiar om en sei: „Skamje jo, minhear PROI! De leningstoel for de alde dei mei on-

dogense streken op to bolsterjen, dat jowt in hird keassen for 't gewisse. En skamje jo yet ris, mînhear DROI, hwet fatsoenlik man-menske set earst de hoed op en tsiucht den letter earst de broek oan!" Hia draide hiar wer om en do se seach, dat de binnenfaem hiar ek omdraid hie, jowch se hiar in foege stomp onder de korte ribben en sei: „Sleau fanke!" Hia makke wer in djieppe bûging sen efteren en sei: „It beste, mînhear TOLSMA!" en hia gîng mei de beide tsienstfammen der op ou. De oaren gîngen ek, en sa waerd alles gau stil, en mînhear de baljuw hied er neat gjin tinkbield sen hwet er in sîn hûs bard wier; hwent hy slipte de sliep des opriuchten.

## FIERDE HAEDSTIK.

HO 'T DE MÜNLER DE OARE MOARNS TO MOED WIER; HWEROM FREARK DE MÜNLERSKE FOARKAEM AS DE SLANGE ÚT IT PARADÍS, EN HWEROM FYKE FEN MIENING WIER, DAT JOUKE FOKKES SİN SOAN FEN HEGER HAN STIÜRD WAERD.

De oare moarns wier 't FOKKE münler to moed krekt as er in healsnies mosken in 'e kop hie, dy nei blauwe brommers hapten, net allenne fen wegen dat swiere súpen fen de foarige jüns, né, in 'e grún meast fen wegen dy Fransman. „Mem,” sei er, do er de learsen oantsjen scoe, en hy wilewarle sa mei de hölle hinne en wer en kipe sa wis in de lears op: „Reade wín is jüns in best ding, mar moarns bikomt it my ek al neat better as jenever of sterk brûnbier. Derom net, as men oer 'e hûn komt, den komt men ek oer de stirt; ik ha 't meast mei dy Fransman to dwaen. Efter in 'e wein het erlein, en FREARK mat witte hwer 't dy kerel bliuwn is.” „Heit,” sei de münlerske, „lit dat bitsjen; FREARK scil daelk wol in 'e hûs komme, hwent it ombit is klear.” De münler ging in 'e keamer en by de tafel sitten, der de panne mei súpenmoalis

klear stie. Hy sette sîn leppel earst ïn 'e bry, do bigûn mem en do FYKE en de beide tsienstfammen lest. Sa wier do de menear, fen koffy en thé wisten mûnlers en sökke liu do net.

Baes iet hwet, do lei er de leppel del: „Hwer bliwt FREARK doch?” Hy iet wer hwet, do gîng er nei 't fenster en rop it hiem oer: „FREARK!” — FREARK kaem net. De panne wier leech de fammen droegen 't goed fen de tafel ou en de mûnler sei: „As 'k in fynt hierd hab, wol 'k gjin baes ïn min hûs ha,” en hy woe ta de doar út om de fynt ta sîn plîcht to bringen; der kaem FREARK er krekt ïn en drôech hwet onder de earm. „Hwer bliuwst dou, söksis?” frege de baes. — „Baes,” sei FREARK, wils 't er sîn knift út 'e bûse helle en dat twisken de doarsklink treau, — „wen jo sa 'n menear fen praten ou, dat past net for jo en net for my. As der wilde gies ïn 'e loft benne is 't min easte siedsjen, en as der babbelhaftige fammen ïn 'e keamer benne, ken men gjin wichtige dingen fortelle. Derom hab ik sa lang wachte dat de fammen foart wieren. En hier!” sei er en hy smiet hwet op 'e tafel, dat fen binnen rinkele en klonk, — „En hier, baes FOKKE, is nou wol de föks sels net, en sîn fel ek net, mar sîn felies.” „Hwet scil dat?” frege baes, en foel hird op de mantelsek oan, en gaspe de rimen los — „Hwet dat scil?” sei FREARK, „dat matte jy mar witte, dat giet my net oan. Min part hab ik my ta-eigene.”

Baes FOKKE sködde de mantelsek leech oer de tafel en in pak silveren leppels föel der út, en greate stik-

ken silverjild en moaje rûne stikken goudjild, en in lits doaske kaem er foar 't liocht en do de mûnlerske dat iepen makke, do lai der de iene ring by de oare, en de gouden keattingen krollen hiar der tröch hinne as slangen onder bonte blömmen. „Och Heare mistiit!” rop hia kjel en liet it doaske falle.

FYKE stie der by en seach alles mei aan en hia hie de hannen gear oer 't borst, en hiar eagen waerden geande wei greater, en sa bleek as in deade liet se hiar op 'e tafel falle op dat goud en silvergoed en lai de earmen der oer hinne en roap: „Dat is de Fransman sines! Dat is uses net!” Hia tilde de höllè op en seach hiar heit oan en hia hie in ûtsicht krekt as hied er ien hiar in mes in 't borst staet, en de deads-binaudheid lai op hiar oansicht en hia sei: „Heit! heit!” — En de ald mûnler siet der en skau de sliepmûtse op 'e hölle hinne en wer en seach sîn bern oan en hiar eangstme en den wer nei dat blinkende jild. En sa mar op ien stuit sprong er oerein, dat er bynei de tafel omsmiten hie, en hy rop: „'t Is de Heare bikend, ik wit fen neat; ik wit net hwer 't er bliuwn is; hy lai efter my in 'e wein, dat wit ik,” — en mei in swak lûd liet er der op folgje: „FREARK mat er mear fen witte.” — FYKE liet it jild it jild en sprong op FREARK ta en roap: „Hwer is de Fransman bliuwn?” — FREARK stie der koelbloedich by en seach hiar oan mei sîn alde iseren tronie en hy sei: „Heare mistiit! dit wirdt hier, leau 'k, in hele riuchtdei. FYKE, bidarje dy hwet? Siuchst my oan for in rover en in moardner? De Fransman hab ik mei mîn eigen hannen in

't Stoppelgeaster bosk onder in bôekenbeamlein, en  
 as de nacht him net so kald warden is, den leit er der  
 yette as in deade rot; hwent hy wier stabel dronken."  
 „Dat wier er,” sei de mûnler, en FYKE seach FREARK  
 oan en hiar alde heit, dy ek nei FREARK sîn praten  
 harke, en sei: „FREARK, FREARK! ik ken 't net helpe.  
 Dou hest altiid sök praet hawn sen ombringen en Fran-  
 sen deaslaen;” hia die de skeldoek foar de eagen,  
 foel op in stoel by de hird del en bigûn to skriemen  
 as in bern. — „Divelhael!” sei FREARK, „dat hab ik,  
 en as ik dat fordomde patriottereaü mei de han de  
 nekke omdraye koe, den die 'k it; mar in menske,  
 dy him net forwarre ken? en den yet om jild en goed?!”  
 Hy grommele yet hwet binnensmûle en gîng nei de  
 doar, der helle er sîn knîst efter de klink wei, en do  
 er der út gean woe, draide er hin om en sei: „Baes,  
 de löft is nou suver, de beide fämmen benne oan hiar  
 wirk. Ik ha jo nou de kream jown; lids jy de saek  
 mar ris oer. Wolle jy dat spil halde — goed! Ik  
 mei 't lye en hab er neat tsjin, hwent nei mîn dom  
 forstan habbe jy der riucht ta. De Fransen habbe jo  
 mear ontnomd as dit bidraecht, en ha jy lieafst, dat  
 er gjin kik sen slein wirdt, den ha jy 't mar to sid-  
 sen; ik for my ken tige best swye. Mar wolle jy 't  
 oan de baljuw útleverje, en wirde jy op in eed serge,  
 dat er neat ounomd is, den sidse jy mar, dat ik mîn  
 part er ounomd hab.” „FREARK, FREARK!” sei de mûn-  
 lerske, „help dy sels net in 't onleech en ûs ek net;  
 dou komst my op dit stuit foar as de slange út it Pa-  
 radîs.” „Frou,” sei FREARK, „elk mat sels mar witte

hwet him to dwaen stiet. Foar in jier twa kaem ik ris tröch Jinsenbürren, der in de herberge pleistere ik efkes, en do 'k min gelach bitelje scoe smiet ik in sechsteheal op 'e tafel, en der sprong sa 'n biroerde skobbert fen in franse jager op en pakte dy sechsteheal wei; en do 'k my der tsjin forsette woe, kamen hia wol mei hiar tryen my op 't liif en bruiden my der sa ou, dat ik tochte wrichtich, ik scil min libben der by opsette. Nou, dy sechsteheal hab ik werom nomd, mar dat pak bruyen halde hia yet to goede. En al het disse kerel dat ek net dien, den het lichtwol sin broer it dien of sin kameraet en 't bliuwt den in 'e friûnskip. Dy sechsteheal hald ik." — En dermei ging er ta de doar ut.

De ald mûnler roan ondewiles de keamer op en del en wreau him de hölle en klaude in sin hier; den bleau er wer ris stil stean en seach nei dat jild, en do FREARK ta de doar ut wier, ging er nei de kas en helle der 't almanak ut en seach ris nei hwet er wol hûnderd kear neisioen hie, en suchte swier en sei in himsels: „Ja, moarn is de tiid om." — Sin wiif stie mei de rech tsjin 't stekje oan, dat se om de wichten fen de stoeltsjeklok hiene, en sloech ien en oar kear de hannen in elkoar, en forwondere hiar in stillens. „Ja," sei de mûnler, „as wy 't halde benne wy ut al us need." „Och Heare, FOKKE!" sei sin wiif en seach sa ontsteld nei him op. — „En stellen het de kerel it," sei er wer, „dy silveren leppels habbe in greatelius wapen, en al lit ik it neispoare, oan hwa dy taheard ha, it jild is doch fen allerhanne soarte, en 't scil wol

spanne dat al dy inkelde stikken wer in de riuchte bûse to plak komme." „Heit!" sei sîn wiif, „dou setst din libben in de weâchskeal, as de kerel dy nou forklaget, datst dou it him ounomd heste!" „Hy scil him wol dea stil halde, hwent as hy fortelle scil, hot er oan dat goed komd is, den scille se him ek grif net sîn libben lang mei rîs en rosinen fet mestje. — En habbe wy 't him den ontnomd? It hinser habbe se us op 't slot after oan 'e wein bûn, it hinser het de mantelsek jister by FREARK in de stal brocht; hwa scil den nou sidse, dat ik it stellen hab?" En derby bigûn er it jild ut elkoar to skiftsjen en to tellen op rigen en steepels. — „Ja, mar 't heart us doch ek net ta," sei 't wiif. — „Hwa heart it den ta?" frege de mûnler. „'t Is de Fransman sines ek net, en as wy 't him wer jaen woene, hwer is er?" „FREARK seit ommers in 't Stoppelgeaster bosk." „Jawol," sei de alde, „mienste dat hy by sök waer fen de jûns acht ure oan de moarns niuggen ure der liden bliuwe scoe? Hy scil sîn wei wol gien wêse, en hwa het fen my to easkjen, dat ik him esternei swalkje scil om him sîn jild to bringen?" — Dermei bigûn er wer to jildtellen, en 't wiif ging sitten en lei de hannen in 'e skette, hia seach foar hiar ut en suchte: „Dou mast it witte." — FYKE siet yet by de hird in stilte to skriemen.

De mûnler telde 't jild allegearre ut en seach nou en den op nei FYKE, en den wier 't jimmeroan krekt as er him fortelle moast. Op 't lest hied er 't foar elkoar, hy lei de beide hannen foar him op 'e tafel en seach it jild yet ris oer en sei: „As ik dat litsjild en

't goudjild allegearre nei hollanske wearde birekkenje , den is der oer de toalve hûnderd gûne. Nou benne wy ût al ûs need." — Do kaem FYKE oerein en fage hiar eagen ou, en hiar tronie wier bleek en bidaerd en hia sei sunich in hiar sels: „Us need giet nou earst oan." „FYKE, praet sa net," sei heit en hy seach fen siden. „Fen nou oan," sei hia, „ite wy onearlik brea en sliepe in onriuchtfeardige sliep, en jy kenne dat jild bidobje, den bidobje jy jou earlike pamme mei." „Hwa praet fen bidobjen?" sei de mûnler. „Né, ik bitelje earlik min skilden der mei." „Eearlik heit? En as 't ek al sa wier lik as 't net is, scil minhear de baljuw net freegje, mei hökker jild jy de Joad bitelle ha, en scille de Fransen net freegje, hwer jy dat hînsen wei ha; en hwa stiet er jo borch for dat FREARK grif him stil haldt?" — De alde sette in gesicht heal forbûke en heal grimmitch, en hy woe ûtbolderje, krekt as immen docht, as in oar him in domme set of in ondogense streek ouloerd het. Hy woe him inwindich it gewisse weiredenearje, lik as bern dögge, as se in 't tsiuster sionge en fluitsje, om de spoeken ou to kearen.

Mar FYKE liet it der net oan ta komme; hia foel haestich tsjin hiar heit oan, sloech de earmen om him hinne, seach him stuif in 'e eagen en rop: „Heit, heit! bring dat jild op 't slot, jow dat de alde baljuw; hy het sein, hy scoe om jo tinke; as jy dit dögge scil er ek om jo tinke. Ho faek ha jy my forhelle fen jou alde heit, ho faek ha jy my tofoaren praet fen jou mem, ho 't hia hiar 'mei spinnen der earlik tröchholpen hie oan hiar ein ta; ho faek ha jy my forhelle",

dat jy in jou fyntejierren, do jy in oare mûnlersfynt  
 sîn pong mei jild fûnen, him dy werom jowgen, ho bliid  
 as hy do wier en ho goed as 't jo do to moed wier."  
 „Ja, mar dat wier heel hwet oars,” sei de mûnler;  
 „ik wist ommers hwa dat jild tahearde, en fen dit  
 wit ik 't net, en 'k hab it ek net stellen en weipakt.  
 Ik hab in goed gewisse.”

In ienen sprong de mûnlerinne fen hiar stoel oerein  
 en rop: „Lieave ginst noch ta! der giet in freamd  
 persoan ûs fensters foarby en komt by de doar.” „Hald  
 de doar ta!” rop de mûnler en sprong dalik nei 't  
 jild, mar stompte tsjin de tafel oan, dat de steepels  
 omfoelen en 't jild oer de flier rolle. „Is dat jou goed  
 gewisse?” frege FYKE en hia seach hiar heit en hiar  
 mem oan en sei: „Mem, lit de doar los bliuwe. Dy  
 persoan wirdt ûs fen God taskikt, en scil ûs segen in  
 'e hûs bringe. De mûnlerske liet de doar los bliuwe  
 en seach stil foar hiar del; de mûnler waerd oan de  
 earen ta read, hy draide him gau om en seach ta 't  
 fenster út.

Der waerd oan 'e doar kloppe. „Kom mar in!”  
 rop FYKE en in linich jong kerel fen sa 'n jier of  
 twyntich of in jier twa mear, käem er in, en seach  
 sa 'n bîtsje nysgierrich om him hinne, krekt as immen,  
 dy al lang graech ris witte wold hie, ho 't er by dy  
 of dy liu foar stie; hy makke in fetsoenlik kompliment  
 en sei: „Goe moarn!” „Ek goe moarn!” sei FYKE.  
 De mûnler forrepte him net, en 't wiif bûchde hiar  
 foaroer om de siuwen op to fanneljen dy oer de grûn  
 fallen wieren. Do de beide alden gjin „goe moarn!”

seyen en hy dat jild op 'e tafel lidsen seach, sei de jongkerel: „Nim 't my net kwea! Ik kom hier leau 'k fen onpas.” „O, né, heel end al net!” sei FYKE en sette in stoel by de hird. „Gean in bîtsje sitten; heit het dalik sìn saken oudien.” „Ja dalik!” sei de mûnler, en loek it fenstér op en rop: „FREARK! slaen de gudsen foar de litse wein en bîn dat franse hinser der efter oan; wy ride nei 't slot.” — Hy makke 't fenster ta, hy draide 'm om en sei tsjin mem en FYKE: „Sie sa! mei dy saek benne wy klear. Kom, pak dy kream nou by elkoar in de mantelsek, den ken FREARK him op 'e wein smite. Do gîng er op de freamde jongkerel oan, rikte him de han ta en sei: „Wolkom hier!” „Baes FOKKE!” sei de jongkerel, wils er baes de han jowch en opstean gîng; „ik wol jo net bilette in jou saken, min boadskip het wol tiid; ik kaem oars om jo to sprekken oer in bysondere omstannichheid; mar der is gjin haest by; de haedsaek is eigentlik mar, dat ik min folk ris opsiikje woe.” „Folk?” sei baes FOKKE, en seach him twifelriedich oan. „Ja!” sei de oare, „hwent ik ben JOUKE FOKKES sìn soan en sadwaende jou heite broers bernesbern.” De alde sei neat en loek sìn han tobek, do foege de synt er yette by: „en foar siertsien dagen habbe se my mûnich forkleare, en do tocht ik sa by my sels: „Sisters en broerren heste net en ek gjin folk hier in de krite; ik seil der jinsen ris sjen, as se der ek yet hwet fen JOUKE FOKKES sìn soan witte wolle.” — En dermei gîng er op de mûnlerske ta en jowch hiar de han en FYKE ek. De mûnler stie der yet to lûmstankjen en seach

krekt as de mûsen him de bûter fen 't brea fretten  
 hiene; derom sei de jongkerel tsjin him: „Müch, ûs  
 pleitery sit jo in 'e hölle; mael der net oer, wy kenne  
 derom wol goe friûnen wêse.” „So!” sei de mûn-  
 ler, „en dou hast er ommers tsjin de liu in wird fen  
 dien, datst my neaken op 'e dîk sette scoeste.” „Hwet  
 liu?” sei HINDRIK. „De liu prate hwet. Der ken ik  
 net foar. Min heit is bigûn to pleitsjen en leaude ek  
 dat er it riucht foar hie, en min faud het it ding fier-  
 der foartset, en ik hab tasioen. Mar dit wol 'k jo  
 earlik bikenne, in moaje knorre jild is der my al tröch  
 de fingers gliden, en as wy 't nou onder elkoar lik  
 fine koene, dat scoe oan my net stean.” „Dou wotte  
 in 'e skulp krûpe; dat het din abbekaet dy oanredt.”  
 „Ik ried mysels, neef FOKKE,” sei de jongkerel en  
 naem sîn hoed op; „hwent as ik yet langer nei de  
 abbekaten hiar rie harkje, den meitse se my sa earm  
 as in sweal. Mei jo is dat heel hwet oars; dy sîn  
 ransel sa tasjen ken, dy ken yet lang briede ear 't er  
 oanbarnt,” — en hy wiisde op de mantelsek, dy mem  
 en FYKE onderwiles fôl pakt hiene. „Dat giet dy nen  
 bit oan!” sei de mûnler grimmitch, hy draide 'm fin-  
 nich om, brûn fen likkens. „Dat jild — dat jild, dat  
 heart my net ta.” — FYKE ging nei hiar heit ta en  
 striek him oer 't wang en sei: „Heit, dat wier net  
 forkeard miend.” „Né,” sei HINDRIK, „ik ben mei in  
 goede miening hier komd, en 'k wol ek in goedens  
 wer hinne gean. Min hînsen en wein ha 'k der oan 't  
 stek festbûn, en der ben 'k mei 'n pear stappen.” „Bi-  
 darje hwet, neef HINDRIK,” sei FYKE, „wird net haes-

tich. Us heit het fen 'e moarn sîn hölle fol mei in saek, dy bisorge wirde mat. 't Scoe him fen esteren tige moeje, as jy ïn onfrede fen him ou gingen. „FYKE,” sei de alde en kearde him om en jowch hiar in tûtsje op 'e foarhölle, „dou hest it fen 'e moarn al twakear goed hawn en ik twakear forkeard; dou bist mîn best fanke.” Hy jowch de jongkerel de han en sei: „HINDRIK, hia scille net fen my sidse, dat ik JOUKE FOKKES sîn soan mei spítige reden ta mîn hûs út driuwn ha. Dou scit net wer foart sonder wiet of droech. Né, mîn jonge, dou mast hier bliuwe sa lang as ik werom kom; hwent ik mat nei 't slot om in needwindige saek. FREARK stiet al op my to wachtsjen. Nou, goe moarn sa lang, en as 't dy mei dat likfinen inmoed is, den scille wy dat wol klear krye. Moarn mem! moarn FYKE!” — Sa gîng er ta de doar út en op 'e wein sitten.

## FIFTE HAEDSTIK.

HWERIN FREARK DE BAES IN SPREKWIRD FORKLEARRET, EN  
EFTER DE FRANSE JAGER OP DE WILDE GOESEJACHT GIET,  
EN HO 'T DE MUNLER HELDER WIRDT DAT ER MIDDEN  
IN IN BYESWERM SITTEN GIEN IS.

„Baes,” sei FREARK, „do se fen 't mûnlehiem ou wieren en in de djieppe modderdik kamen; „ha jy wol ris in ald wiif sioen, as se in potsje of in pantsje britsen het, en den de stikken oan 'n oar past en seit: „Sa het it sitten?” „Hwet mienst der mei?” frege de alde. „Och, dat sids ik sa mar ris,” sei FREARK, en hy tsjispele sa swietwei mei de swipe oer de hînsers, krekt as 't in de miggetiid wier. De baes siet stil to tinken. In poaske letter sei FREARK: „Baes, ha jy wol ris in jonge sioen, dy in mosk út de han flein is, en dy den in de lege han kipet en seit: „Och!”?” „Hwet mienst dermei?” frege de baes en FREARK sei: „Och, ik praet mar hwet.” — Baes FOKKE siet wer stil. Der gîng fen alles in him om, en hy sette krekt in moaje som út de rigel fen tryen in sin hölle foar elkoar: „Hwet om peaske hinne it

lieappen rogge kostje scoe, as hy de folgjende moarns  
de Joad it jild net brocht;" en derby kaem er danich  
in 'e breuken. Hia rieden al stadichoan fierder; ein-  
lings draide FREARK him sahwet heal op 'e bank om  
en sei: „Baes, ken jy dat sprekwird wol: „Smît  
gjin alde skoen wei ear 't jy nye ha?" — Baes bigûn  
der in hekel oan to kryen, en do er him in tiidlang  
bitocht hie, hwet FREARK sîn fragen eigentlik wol bi-  
tsiuutte scoene, loek er de onderste lippe omheech en  
sei: „Ho is 't? Matte dat prippers wêse?" „Prip-  
pers?" sei FREARK; „ho komine jy der by? — Ik sids  
mar hwet. — Mar ik wit yet in oar sprekwird, dat  
seit: „Habben is habben en kryen is kinst." — Dy  
spreuke is oeral to brûken en foaral in oarlochs-tiden.  
Divelhael!" sei er en draide 'm wer op 'e bank om.  
„Baes FOKKE, fordomd mei elke sechsteheal wêse, dy  
ik in min libben min kameraten onfrom ontfitmanne  
hab, en fordomd mei eltse heallepsen rogge of weet  
wêse, dat ik" min breahearre onthindere hab; mar in  
tiid fen oarloch is dat oars. De fyand fen 't lan is  
neat better as de boase fyand fen 't hele menskdom,  
en us lieaven Hear het er nocht oan as immen de di-  
vel ris fiks op 'e stirt trapet. Hwet sei us alde kap-  
tein: „De fyand 'mat men safolle bineideelje as men  
ken." „Baes FOKKE," — en hy wiisde nei de mantel-  
sek, — „dit is nou ommers sa 'n greate saek net." —  
„Swy der fen!" sei de baes kortwei, „dy saek is ou-  
makke, ik wol neat mei dat spil to meitsen habbe; ik  
bring it jild op 't slot en ik woe wol dat ik de Frans-  
man der ek bringe koe; FYKE tinkt er ek sa oer, dat

it in rare boel wirkde ken." „Ik hab er neat tsjin," sei FREARK. „Foart!" en hy treaste de gudsen oan mei de swipe. „De iene harket nei manliu en de oare nei frouliu; ik ha 't net fel op froulius-rie." „Ik oars ek net," sei de baes.

Hia rieden swietmei foart, en FREARK frege nei in poaske: „Baes, hwet langramich jongkerel wier dat, dy fen 'e moarn by users kaem?" „Dat wier JOUKE FOKKES sijn soan, der ik it prinses mei hab. Ho like er dy ta?" „Ik hab him oars net sioen as fen esteren. Mar der ken in goede grenadier fen." „Hy seit, hy wol de pleitery mei my umeitse." „Der is er, nei min sin, gans in ein better om. In meagere skiking is better as in fet proses." „Hy wol op my wachtsje, sa lang as 'k werom kom." „Jawol!" sei FREARK en hy draide him wer sa healwei om en sei: „Baes, wit je hwet? hy moast mar lieaver in oerienkomste mei us FYKE meitse; dat wier 't beste." „Ho mienst dat?" frege de baes. „dat sids ik sa mar," sei FREARK, en do er him wer omdraaid hie, bûchde er him foaroer en seach skerp de dik lans; hy jowch de baes de jaechline in 'e han, hy sprong fen de wein, makke dat franse hinser fen 't esterkret los, en ear 't baes mûnler goed wiste hwet de fynt woe, wier hy mei 't hinser tröch in hikke; hy ging er mei ester in hege hage en bûn dat skepsel der oan in hagedornen beamke fest, der de baes neat fen him sjen koe. Do er werom kaem, frege de mûnler: „Hwet heste?" „Hwet ik hab? — Ik hab spoek sioen. Der in ein foar us komme twa op hinser dit ut ridein, en as de sinne der efkes

tröch komt, den flikkert dat sa; dat benne Fransen, en as hia hier in jagershînsr mei seal en team ester oan ûs wein seagen, den scoene se gjin friûnlike praet-sjes tsjin ûs ha." „'t Is wier," sei de baes.

Hia kamen by 't Stoppelgeaster bosk, en FREARK wiisde mei de swipe nei de bôek, der 't strie yet onder lai, en sei: „Der ha 'k him dellein." „Lai er der yette mar!" sei baes FOKKE. „'t Stiet er net fen totinken, baes, hwent it het to nacht balstiennen reind, en om diss' tiid fen 't jier keart sa 'n beam net fölle ou." „'t Is wier," sei de baes en wils 't se 't der yet oer hiene, kamen der twa Fransen op hiar ta rideń en fregen op hiar menear nei de Grienterpster mûnle, hwent hia wieren der krekt by in fliouersprong; en ear 't de mûnler in wird sidse koe wiisde FREARK hiar de wei op, dy dwars fen de mûnle ou roan, en do hia fregen, ho fier 't yette wier, sei hy: in foech ure, en de Fransen rieden fierder.

„Ho nou? Mealt dy de plasse of bist net wiis?" frege de mûnler wils 't er skôdhölle: „As dy sa foartide, den kenne se hiar libben lang de Grienterpster mûnle mei hiar esterein oansjen. Mar hwet scil dat bitsutte?" „Baes," sei FREARK, „sök folk bringt ien neat in 'e hûs, en ik hab er gjin sin oan om alle moarnen opwaerme koal to iten." „Ho mienst dat?" sei baes. „Och, dat tinkt my sa. Siuch baes, as dy twa op 'e mûnle komd wieren, hwa wit as se den gjin sin oan ûs STIN krige hiene. Den koe 't ek mogelik wêse, dat se hiar esternei roanen in 't bûthûs, en dat it hiar der in bitsje binipt foarkaem, en den

koe 't hiar in 't sin komme om ûs beide leste melktseky der út te lieden, en as se dy den bûten doar hiene, den lieten se de bisten faek mar onbitocht foar hiar út renne. En den koene wy moarns gjin súpenmoalín mear krye, en den kaem de griene koal wer op 'e lappen, en ik ben gjin maet fen koal." „Onmogelik wier dat net," sei de baes. „'t Is ek mogelik, dat it hiar net om 'e ky to dwaen is," sei FREARK. „Dit benne in pear sjandarmes, dy siikje lichtwol om hwet oars, en ik leau dat it in grote segen for ûs is, dat wy sa fier fen. de mûnle ou benne, hwent — baes, baes, pas op! hia siikje de franse jager of jo sels. Hwa wit hwet er to Stoppelgea foarfallen is. Der ken hwet ruchtber warden wêse, en hwa wit as FYKE gjin gelik hawn het. Nou woe 'k sels wol, dat wy de Fransman hiene." „Dat leau 'k!" rop de mûnler, „dat leau 'k." „Nou," sei FREARK, „hier het erlein, en opstien is er ek, en dat is er út gien; sîn foetstappen stean hier yet in de bôlle modder, en siuch mar, hy het de lange strieën yet in ein meisleapt, deroan ken 'k witte dat er dy wei opgien is. Nou scil 'k jo it hinser helje, en jy ride nei 't slot en leverje der it hinser en de mantelsek oer, en ik gean de Fransman esternei om him to fangen, as 't wol."

Sa sein, sa dien. It hinser waerd oan 'e wein bûn en FREARK gîng it bosk tröch de wei op en hy sei in himselfs: „Dîvel hael! Ik hab de ald baes moai hwet biroerre, en ûs FYKE is doch mar in deales fornimstich ding, en as dy Fransman yet oan 'disse kant fen Griswald to finen is, den scil er foar 't liocht komme."

De mûnler siet op 'e wein en ried op Stoppelgeata, en hy klaude de hölle en hy hersenskrabbe, en it sette him mal op en del. „Jonge, jonge!” sei er, „as ûs FYKE der net west hie, den siet ik nou licht al in 'e boejens, en der út ben ik yet lang net, hwent de dîvel komt nou earst los. It reint ek al, en dat net in bitsje.”

Sa kaem er by de foarste hûsen fen Stoppelgea, en de earste dy er seach wier WITSE bakker, dy hie der in herberge en bakkery. Dy stie mei 'n wein fol strie foar sîn skûrre en sei: „Goe moarn, heite! Ho dîveker! ho komst dou oan in Fransmanshînsen?” „Ja, dat meist wol sidse,” sei FOKKE mûnler en forhelle him de saek mei korte wirden. „Dat 's in slim stik,” sei WITSE bakker, „hwent it hiele dorp is fol Fransen, dou kenst er mei dit hînsen net tröch komme, sonder dat hia 't opmerke; ik ried dy, set it hier mar in 'e skûrre.”

Nou, dat waerd dien, en alte baes bakker sködhölle en sei: „FOKKE-heite, dou hest dy der mei in ding injown, der kenst in hopen lyen mei krye; op 't slot is 't, nei 't my taliket, ek net goed richtich, hwent minhear de baljuw het fen 'e moarn sîn fine bollen ta 't moarns-ontbít al om acht ûre hinne helje litten in-pleats fen oars om alve ûre. En FREARK SIMMEL seit, jissrou STELLINGWERF is op 'e flecht, gjin menske wit hwer hia stoud of slein is; en dat de ûrwirkmaker in 't Betterwird bröcht is hab ik sels sioen; en de liu grûtsje al fen riuchtdei-halden en deasjetten.” „Nou is der gjin rie ta!” sei de ald mûnler; „hwet ben ik midden in 'e byeswerm sitten gien. Mar der helpt net oan, de-

mantelsek mat ik de alde hear op 't slot bringe. Witste hwet 'k doch, WITSE! Ik rîd de reed lans ester 'e bûrren om, nei de griene poarte fen de slottûn, der scil 'k mîn hînsers fest bine; kom dou my esternei en bring mîn reau hier in feilichheid. En mochten se my ek in 't hûnegat bringe, wes den sa goed en rîd efkes nei de mûnle ta, en bring mîn wiif en FYKE foarsichtich de ting, en sids tsjin de jongkerel dyst der oantreffe scitte, as hy sîn miich de tsienst biwîse wol, en pas op 'e mûnle en 't oare spil, en bliuw by de frouliu, dy oars forlegen wêse scille. WITSE bakker onthiette him dat, en hy ried om 'e slottûn hinne en bûn sîn réau fest en woe de mantelsek nei 't slot drage. Der kaem JAN BROMMER, de boufynt fen alde ROGGE-BLOM trôch de poarte jeyen mei 'n moai span liocht-brune hînsers, en hy klapte mei de swipe dat dy der-tele gudsen esterût skoppen en him de weake modder in de eagen smieten, en hy rop: „Better my hwet in 'e tronie as jimme streken in 't fel en iepene borsten. Der ester kaem alde TAMME uit Gielkamp oan mei sîn beide gielen, en sei: „Nou scoe dat folk us gudsen ek yet deajeye wolle,” en hy jage uit in fiouren oer 't slotplein. „Ja,” sei alde ALEBOER fen Stoppelgea, dy in sek. om 'e skouders slein hie — hwent dat wieren do de reinjassen — en pompt sîn ald swart rîdhînsen tsjin de ribben oan, „kanonride, dat scoe in wirk for us wêse, net alde? Né, ik bring dy lieaver ester in 't bosk en bin dy der fest. 't Komt op 't selde uit; to fretten hest thûs ek neat. Mar 't reint älderstomst.” — En do de mûnler in 'e tûn kaem tea-

gen en hokken se der allegearre mei de hinsers gear,  
etter de beammen en de sketten, en elk foar oar skrep-  
te meast om sîn gudsen biside to bringen. „Baes  
FOKKÈ,” sei SKELTE BETTERDY sîn soan, „bring jou gud-  
sen út ’e wei. Dy op dit stuit goed by sîn forstan  
is, dy nimt by disse moaje rein sîn trekken waer,  
hwent de Fransen benne allegearre onder dak krûpt.”  
De ald mûnler likwol roan mar stiif tröch en brocht  
sîn mantelsek op ’t slot.

## SECHSTE HAEDSTIK.

Ho RAER JIFFROU STELLINGWERF TSJIN HIAR BED OANSEACH ,  
EN HWEROM 'T HIA HIAR FEN LEEN IN PEAR SLAGEN ÌN 'E  
NEKKE JAEN LIET. HWEROM FREARK SIMMEL MÌNHEAR  
BALJUW SÌN PÌPEN STIKKEN SMIET , EN DE FRANSE  
OERMAN AMPEROAN DE DEGEN LITSEN HIE.

As immen in skiednis nei bihearren forhelje wol, den mat er 't lik enoch sa meitse as de ploejers en de eiders, as se in stik lan onder hadden ha; hy mat jimmer riuchtût gean alles meinimme en gjin hoeken stean litte. Mar ho goed er 't der op taleit, sa bliuwt doch hier of der wol ris in streekje lidsen, en den mat er tobek gean, en dat ek yet toriuchte bringe. Sa giet it my nou ek, ik mat in ekers-omgong tobek en 'k mat mìnhear DROI en jiffrou STELLINGWERF hiar ein der by helje, en den ken 'k wer foart-arbeidsje.

De selde moarns, do de mûnler mei sîn sûsige hölle ìn sîn lears op kipe, klaide jiffrou STELLINGWERF hiar fetsoenlik oan, hwent hia wier tige orderlik , en do se de mûtse forsette woe , tocht hiar dat se wol in skienne tipmûtse ha mocht , hwent hia wier nuvere eptich ; sa-

dwaende gîng se nei hiar keamer om in skienne tipmûtse; mar hia kloppe earst aan en frege: „Minhear DROI, benne jy al in jou fölle habit?” „Owi!” sei de ûrwirkmaker. Hia die de keamersdoar op. Mar o lieave frede en gjin ein! — hwet lai 't er der hinne! Sa hie se 't hiar libbenlang net earder sioen; hwent in de nacht hie se net fierder west as op 'e gong en gjin eagen in hiar keamer slein. It hele boppest wier fen 't ledekant ou, en dwars foar de keamersdoar laien fen de Fransen in de wite gordinen, en smookte út in kalken ein piip, en de skienne readstreekte pel hied er onder 'e kop. De oare siet in hiar leningstoel en hie sin foetten bistoppe mei hiar nye gîngangen bopperok. Minhear DROI siet op 't foettenein fen 't bed, en hy sette onder sin bearemûtse in gesicht fen trye dagen onlyich waer. Hwet wier hiar lits keamerke biuster in disorder. Der hie se 't altiid sa mei op hawn en hia hied er sa 'n sin by om dat eptich in order to halden; hia hied er altiid sels oer gien, der hie se altiid mei nocht hwet sitten as 't moai in order wier, en alles hie se altiid mei eigen hannen ouwriuw en oufage. Gjin ien mocht der hwet fen hiarres oanpakke of omreagje, sels de weverinne net. „Né,” sei se, „frou STAEL is in fiks menske, mar sint se my ienkear mìn echte kelinene kralen op 'e grûn falle littin het, sint dy tiid bitrou ik hiar net.” — En nou! Alles wier onderst boppe helle en fen 't plak, de keamer wier blau fen tabakswalm, hiar klean wieren fen de mantelstok skoerd en layen by minhear DROI sin gewear en by de Fransman sin hîngstestirt. En hiar bed, hiar

skoander bed stie midden oer de keamer. Dat bed wier hiar eigen. Hiar omke, de kastmaker REITSE ROELS, de alde REITSE ROELS — de jonge net — hie dat ledekant for hiar makke fen iken wagenskot. It jern for 't biklaisel hie se sels spûn; BEARN wever hie 't weefd, „ridlik goed,” sei se, „mar elke baen twa fingerbreed to smel, en dat wier to sleau fen him, hwent ik ben al sahwet in folslein froumenske, en dat moast hy wol witte.” De fearren hie mefrou de grîtmanske hiar jaen wollen, mar hia hie se net forgees oannomd, hia hie se mefrou bitelle; „hwent,” sei se, „frou STAEL, mîn tîdlike en mîn ïwige rest wol ik beide fortsienne ha, der ha 'k in sin by.” En do dat ledekant den safier klear wier, do kocht se hiar twa stellen snikwite gordinen fen dove HILLE, en makke dy oan 't boppestik fest, en do gîng se midden in 'e keamer, trye tred der fen ou stean en sei: „Frou STAEL, it ein kroant it wirk!” — En nou lai it bedgoed in 't hûnderd om oer de keamer, en de kroane fen 't ledekant lai op 'e grûn.

In 't earst stie se as se fen 't waer slein wier, en dîgere trôch de tabakswalm as de folle moanne trôch de jûndaue. Derop gîng se mei in pear stappen op minhear DROI ta, om 'e hölle wier se sa read — ja ho scil ik sidse? sa read as de koperen hantsjettel, dy se in 'e koken hie, — fen binnen; de nachtmûtse trille hiar op 'e hölle fen ergewasie; mar hia sei oars neat as: „Hwet is dit?” — Minhear DROI stammere hwet by elkoar fen dit er fen dat, mar hia seach him finnich oan en sei: „Lieagens, minhear DROI! jy habbe

to nacht lieagene en jy lieagenje fen 'e moarn ek. Ut barmhertigens hab ik jo min sliepsté, min bed inromme, en dit is min tank!" — Dermei ging se nei hiar laedtafel en helle der in skienne tipmûtse út, do woe se wer út de keamer gean, sonder minhear DROI oan to sjen, mar do seach se hiar skoander bed ta 't ledekant út hingjen, heal op 'e grûn; dat bigreate hiar den doch hwet tofölle, en hia woe 't in 'e hichte tille, mar krike 't ongelökkich krekt beet op dat wiete plak, der 't wetter sa op dript wie, en hia smiet it minhear DROI tsjin de kop oan en sei: „Och heargen! dat ek yette!" — en hia silde ta de doar út en hie fen esteren sa 'n prislik en iserfest oansjen, krekt as in onskildige, dy nei 't skavot brocht wirdt.

De beide Fransen laken en sakkeren, mar hia steurde hiar der net oan; en do se de gong del ging stapte de franske oerman mei sin adjudant in de fölle mondearing út de blaeke keamer, en makke in bileefde búging for hiar. De mûtse stied er hiar eigentlik lang net nei om komplimenten to meitsen; mar as sa 'n ien oanfreget, mat men him doch ek to reden stean, en nei 't de man is, mat de worst doch ek for him bret wirde. Hia makke sadwaende ek in búging en knikte: „Goen moarn, minhear TOLSMA!" en hia woe foarby gean. Mar minhear de oerman halde hiar tobek en sei: „Mei jou wolnimmen, ik mat minhear de baljuw sprekke. Hwer scoe dy to finen wêse?" — 't Wier jiffrou krekt as se in slach foar de hölle krike. „Hwet wolle jy?" frege hia, biuster fen 'e wise. De Fransman sei yet ris hwet er woe. „Ho scoe dat mo-

gelik wêse?" sei jiffrou STELLINGWERF. „Us mînhear wolle jy om healwei achten in 'e moarntiid sprekke?" De oerman bleau der by, en do sei se: „Minhear TOLSMAN! in mîn keamer is my to nacht alles 't onderst boppe keard, dat mat ik in Gods namme oer my gean litte, — mar gjin ien scil fen my sidse, dat ik er handedich oan west hab, dat de order fen de hele wrâld omkeard wirde scoe. En al is dat ek gjin kristlik sliepen, dat de aldè hear doch, hy is doch mînhear en hy ken sliepe as in hear, en dwaen hwet him goedtinkt. Gjin keining en gjin keiser scil my der ta krye, om my to forsetten tsjin de feste menearen fen dit huis." — De officier sei, den scoed er 't sels wol dwaen; hy treau jiffrou STELLINGWERF op in bileefde menear ût 'e wei en gîng by de trep op nei boppen. „Nou is der gjin rie tal!" sei 't goe sloof, en hia liet de hannen by 't liif del hingje „ik leau de kerel docht it!" en do se de Fransman in de alde hear sîn keamer gean hearde, sei se: „Hy docht it!" — En do se de adjudant in hiar keamer nei mînhear DROI ta gean seach, sei se: „Nou ja, mislike brik-op-poaten! dou mast er nedich ek yet by." Hia gîng in 'e koken en sei tsjin de beide fammen: „GRIET en LEEN, de dei set hioed raer in, en as dat sa foartgiet, den scil de Heare best witte, hwer 't mei eingje scil. Moarn lidse wy 't goed op 'e bleek, der ha 'k mîn reden for; hioed giet elk fen usen aan sîn wirk en beart krekt as der neat bard is." Onderwiles krigie hia de koffimûle en hia draide en draide, en de koffimûle rattele en rattele, en do se 't bakje leegje woe, wier

der neat in; hwent hia hied er boppe gjin beane in dien.

Boppe by de alte hear bigün 't lûdröftich to wirden, der waerd tige lûd praten, en FREARK SIMMEL, dy onforstannige slorm, dy krekt dwaende wier om de lange pipen for minhear to stopjen, woe nou doch ris fortelle ho 't boppe taging en skrepte mei 't hele pipegerei in 'e han nei de kokendoar, der GRIET mei 't ear tsjin oan lai, om er ek in bitsje fen to habben, en — pomp! — der flucht er tsjin GRIET oan, en — klets! — der lai de hele pipeboel, en klettere tröch de keuken. Jiffrou STELLINGWERF likwol stiek gjin han nei him út; hiar hadden layen in hiar skette en hia sei hiel seastmoedich: „Alhiel in order! as alles ondergean en aan stikken mat, den brekt sa 'n brosse kalcken piip' allicht earst, en as de hele wrald délfalt bliuwt er doch gjin ien poatsje of pantsje heel. 't Scoe my neat ny dwaen, as der nou wer ien kaem, dy al ús thégoed en porslein tröch de glësen smiet.”

Der boppe waerd de strijd heftiger; it lûd en drök gepraet klonk oer 't perteal hinne, en de alte hear baljuw kaem mei de officier by de trep del in 'e gong. De alte sei mei korte stroeve wirden, de officier moast mar dwaen hwet er net litte koe, hwent hy hie doch de macht. De officier sei: dat wist er. Likwol ear 't er dy macht brûkte, woed er earst ondersükje ho 't de saek stie, hwent it koe net oars wêse: der wieren dingen bard, dy, nei 't wol like, forsiusteren wirde scoene. De alte hear sei: hy hie neat to forsiusterjen. As der hwet to forsiusterjen wier, den hiene de Fransen hwet to forsiusterjen; of, frege er, as sa 'n loebis-

as dy jager west wier, by hiar in eare en achtig stie? Hy for sin hölle wist er oars neat fen, as dat de kerel as in ousetter by him komd wier, en him as in slansfet oansteld hie, en dat sin folk en de ûrwirkmaker him sein hiene, dat de Grienterpster mûnler de kerel op 'e wein krike hie om him mei nei sines to nimmen; hwent sioen hie minhear dat net. — Mar ho 't dy ûrwirkmaker Droz in de franse mondearing kaem? frege de oerman. — De alde hear sei, der bikroade hy him net oer, en hy hie der neat mei út to stean, hwent de man wier gjin ambtener. Hy hie dit er mar fen heard, de man teach faek for sin eigen aerdichheid dy mondearing oan. — Dat wieren ûtflechten, sei de officier. Mar do waerd de alde hoannich en hy riûchte him in sin hele langte op, hy seach de officier sa earnstich en deftich oan en sei: „Utflechten benne healsisters fen lieagens; jy tinke net om min alderdom en min rang.” De officier waerd heftiger en sei: Kort en goed, de saek kaem him onwierskînlik foar. „So?” frege de alde hear, en onder sin skiere wînbrauen flikkere 't fen haet en grimmitigens, krekt as der út in swarte tongerwolke in blits oer in friûnlike Ianstreek sjiet. „Komt jo dat onwierschînlik foar?” En hy kearde him healwei om en seach de officier sa oer 't schouder oan. „Hwerom mei in Fransman net for sin eigen aerdichheid in franse mondearing oantsjen, as der sels Friesen for hair eigen aerdichheid in omrenne?”

Fiûrread waerd de oerman oer sin tronie — in kort amery — bleek as in deade ging er in pear stappen tobek, gripte nei sin degen, en 't wier as der in

ougrislike died fen gewelt as in spoek ester him stie  
 en him de han stiûre woe — ek mar in kort amery —  
 haestich kearde er him om en ging mei greate stappen  
 de gong del. GRIET, dy in de keuken, trôch in skeef  
 fen de doar alles mei ousioen hie, sei esternei altiid,  
 sa hwet hie se in hiar libben net sioen: hy wier in  
 knappe kerel en seach friûnlik ût sin eagen,” foege  
 hia der by, „mar do er der sa de gong del kaem, ik  
 wit net, mar do foel ‘t my sa in ienen in ‘t sin, dat  
 ik ienkear, do ‘k as great fanke in ‘t lan oan ‘t stien-  
 siikjen wier, midden in de simmer, by heldere sinne-  
 skin ris sioen hab, dat in simmertwierre in in omsiuch  
 alle toeken fen dy greate ikenbeam ester in dominys  
 tûn, ouramaide, dat alles trôch elkoar sleach, — en sa  
 ging ‘t ek oer sin gesicht.”

De oerman draide him wer om, ging op minhear de baljuw ta en sei koel en bidaerd: hia scoene elkoar  
 op dat punt wol ris neyer sprekke; sia plicht fordere  
 fen him, de saek in ‘e grûn nei to gean. — Hwerom  
 de ûrwirkmaker dy nacht op ‘t slot slipt hie? — „Hy  
 het hier net slipt,” sei de alte hear. „Ja,” sei de  
 officier, hy hied der slipt, in dy keamer hied er  
 slipt, — en hy wiisde op jiffrou STELLINGWERF hiar  
 keamer. „‘t Ken onmogelik wier wêse,” rop de  
 alte hear mei ‘n forheftige stemme, krekt as er soar  
 de hiele wrald de onskild in biskerming nimme woe,  
 „dat is jiffrou STELLINGWERF hiar keamer. Dat goede  
 skepsel ha ‘k al langer as twyntich jier onder min  
 dak hawn, en dy scoe nachts manliu by hiar her-  
 bergje?” „LEEN,” sei jiffrou STELLINGWERF in ‘e ko-

ken, „slaen my trykear tige in 'e nekke, hwent ik  
gean oars oer; alles bigjint my to meallen en to  
drayen.”

Onderwiles loek de officier de doar op en der seach  
de baljuw de ûrwirkmaker foar him stean, dy in de  
twiskentiid trôch de adjudant in 't forhear nomd wier,  
en dy hied er alles forhelle — allenne dy iene wierheid  
net, dat minhear RIPPERDA him brûkt hie om de Fransen  
bang to meitsen; — hy hie 't ek by heech en by leech  
bisward, dat de Grienderpster mûnler de franse jager  
meinomd hie. — De ald baljuw waerd alderheislikste  
kjel do er de ûrwirkmaker der seach. „Dit is my on-  
bigriplik!” rop er ut. De officier kaldgniske haetlik  
by him sels en sei, hy hope, dat it net lang onbigriplik  
bliuwe scoe; hy mûskoppe efkes in wird mannich  
mei de adjudant, en do frege er de kai fen de slot-  
gefangenis. — „Dy jow ik net ou for disse gesangens-  
man,” sei de baljuw, „hwent hy is in borger, en der-  
om heart er in 't *Betterwîrd* onder 't riuchthûs.” —  
Dat wier best, sei de oerman, en sa woed er 't ek  
lieaver ha, hwent den wist er grif dat er gijn knoeje-  
ryen pleats ha koene.

Minhear DROI waerd sadwaende twisken twa soldaten  
in nomd — hwent it wimmelde mei de tiid op 't slot-  
plein fen allerhanne frans folk — en waerd nei 't riucht-  
hûs brocht. De officier ging ek foart, mar do er by  
de doar wier, sei er, as er strang nei sin plicht han-  
nelje woe, den moast er de baljuw ek opslute, mar  
omdat er in ald man wier, en foaral, omdat er him  
persoanlik hier sa 'n grousum haetlik wird sein hie,

scoed er him mei frede litte, hwent hy woe in disse saek in 't alderminst de skin net op him lade, dat er oer dat wird wrake naem; mar dat moast er sidse, as de baljuw of jiffrou STELLINGWERF needsaekelik by de bihanling fen de saek to pas kamen, den koed er de alte net tröch de fingers sjen, en hy moast for himselfs en for jiffrou STELLINGWERF stean. De alte hear sei koel en bidaerd, dat wier him goed. De oerman ging foart, mar hy stiûrde op 'e sté in pear sjandarmes nei de Grienterpster mûnle, wils 't er de alte hear skerp aanseach.

De alte hear ging earst op 'e koken ta, en GRIET spatte al fen siden, foar de skreef fen de doar wei, hwent hia tocht dat minhear der in komme scoe; mar hy bleau in ienen stil staen en draide him om en sei in himsels: „Hwet praet dy kerel fen knoejery en de skin op him lade? Hwet sa 'n franse officier allenne sidse ken, dat ken de baljuw WEBER dwaen. Ik wol de skin ek net op my lade, dat 'k in 't sin ha scoe om knoejeryen to bidriuwen.” En hy ging nei sin keamer.

---

## SAUNDE HAEDSTIK.

HWET MÎNHEAR HARKEMA SEI EN HWET MÎNHEAR HARKEMA  
WIER; EN HWEROM FREARK SIMMEL FLUITSJE MOAST.

Do de ûrwirkmaker fen 't slot brocht waerd, wier FREARK SIMMEL fensels mei gien, allenne mar om to sjen ho 't de arrestant him onder sin ongelök halde en drage scoe, en as er faek ek útsnye scoe; mar dit leste barde net. De tocht ging stadichoan op nei 't riuchthûs ta, hwent hia moasten tröch allerhanne hinderpeallen hinne wine; hinsers, weinen en manliu, dy ta 't forsieren fen pakgoed en efterbliuwers, en ta 't rideen fen kanonnen út de omstreken opkommandearre wieren, en dy nou op 't slotplein en op 'e wei by 'n oar driuwn wieren, en fen Fransen biwekke waerden, dat se der net wer op ougean scoene; hwent der wier 't boerefolk al divekerse liep op wirden. — De ûrwirkmaker ging dildich as in laem, en ek fiks bidaerd mei sin beide liedsliu tröch al dat gedrang. Hy hie in 't earst deales fen sin saken west, en de hele saek wier him de nachts heislike fai en biroerd foarkomd, mar onder dat forhear dat de adjudant mei him aansteld

hie, wier hy in de lûm kound, dy hier op del kaem : „Praet dou mar ! Dou kenst lang prate ear 't er my in -wirdt fen sinniget.” En sîn antwirden wieren dealse skriel ûtfallen. En al wier hy just sa 'n fûlbannige kerel net, dy dalik mar drist op alles los gîng, hy hie doch al sa lang in 'e wrald west, en al sa faek in 'e fiurrie sitten, dat er net al to gau hang wier. Hy liet it er mar op oankomme. „Hwet dit hier ris wirde wol ?” sei er in himsels, do er ta de riuchthûsdoar in triuwn waerd.

„FREARK 'SIMMEL,’” sei mînhear HARKEMA, do de jonge wer op nei 't slot gean woe, „hwet spil is dit ?” — FREARK fortelde nou mei folle dêftigheid de skiednis fen de foarige deis, en ho 't mînhear DROZ in jiffrou STELLINGWERF hiar keamer sliept en alles kort en klien slein hie, en ho 't hy sels mînhear de baljuw sîn pîpen stikken slein hie, — hy koe der likwol net foar, hwent GRIET hie de measte skild er oan, — en ho 't de franse oerman mînhear de baljuw deastekke wold hie, en ho 't jiffrou STELLINGWERF in 'e koken siet, as in foarbielde fen lyen en fortriet. Mar fen dy skos iis forhelle er gjin wird.

Nou wier mînhear HARKEMA eigentlik in sîn hert in echte prinseman, mar hy moast him in dy dagen katoen halde. By 't Kollumer oproer in 1798 hied er tige sîn best mei dien, mar dat wier him net goed bikomd; hy wier ien fen dy 174 oranjeklanten, dy do to Leauerd op 't blokhûs set waerden. Ien der fen waerd in kop korter makke, en dat die sa 'n ûtwirking op mînhear

HARKEMA, dat er esternei de pipen in 'e sek halde, en 't net graech wêse woe, dat er in prinseman wier. Hy wier oars alhiel in man om fen in mich in olifant to meitsen en elke onskildige franse korporael wier in sin eagen in korsikaenske twingnagel. Ienkear, dat wier in 't jier 87, do LUTSEN bîsjager by in fuchtery, twisken patriotten en prinseliu, op in dorpsmerke in pear slagen mei krike, do stelde minhear HARKEMA him oan, krekt as prins WILLEM de Fiste sels hwet op sin baitsje hawn hie.

„Hald din smoel, jonge!” lûstere minhear HARKEMA mei oandrang, „wost din eigen deadsfonnis hier in 't iepenbier op 'e wei ûtröppé? For dy ûrwirkmaker sin libben jow ik gjin botsen, hwent dit is grif, dat de mûnler en sin fynt dy franse jager deaslein habbe....” —

„De mûnler net,” foel FREARK him in 'e reden, „de mûnler wier jister oars neat as brandewîn en barmher-tichheid.” „Nou, den sin fynt, dat is in Leech-geanster. Witst wol hwet in Leech-geanster is? Witste hwet in Leech-geanster to bitsiutten het? — Witst dou.....? Domme jonge, hwet siuchst my oan! Mienst dou dat ik dy min oangelegenheden oan de noas hingje scil? — Mar hwet ik sidse woe: de alte baljuw scille se nei Bayonne in Frankrik stiûre en jiffrou STELLINGWERF, — safolle as ik fen de franse krichswetten wit — scil wol ienfaldich ophinge wirde, en dou, min jonge, for de bistelling, dyst dou ûtfierd heste, scitte wol in on-himmele hûd fol bruyen krye.” — Nou, do seach FREARK SIMMEL it al biustere min tomiette, en hy sette der ek in gesicht nei. „Fest net in 't iepenbier op 'e

striette, mînhear HARKEMA?" frege er. — „Hwerst dôu mar gieste en stietste; derom neame se dat stanriucht. Mar as de saek op 'e beste menear oanfette wirdt, den ken alles yet wol toriuchte komme. — Kenst wol swye?" — FREARK SIMMEL sei, hy koe tige onbiskoft swye. — „Nou, kom den hier ris en stek din beide hannen in de broeksbusen en fluitsje ris. — Sie sa, dat giet al. — En set nou ris sa 'n onnosel gesicht, krekt as der dy neat in 'e wei is; krekt allik aste siuchste aste by 't simmer in de slottûn apels fen 'e beam slachste, en jiffrou STELLINGWERF der op ta komt — Moai sa! — En pas nou ris op elke wird hwet ik dy sids: nou gietste mei dit gesicht en mei disse moaje skin fen bernlike onskild twisken al dy Fransen en dat boerefolk tröch nei 't slot in de koken, den röpste jiffrou STELLINGWÈRF allenne in in hoekje en den seiste: „De help komt neyer." — Wol hia hiar der net mei tofreden stelle, den kenst dou hiar in alle ienfaldigens fortelle, hwet ik dy fen 't ophingjen sein hab, en as hia den in bâtsje bang wirdt, den seist hiar, hia hoeft er yet net to swier oer to tillen, hwent ik, mînhear HARKEMA, hab de saek in 'e hannen nomd. Mar foar alles mat hia de kokensdoar goed slute, en de efterdoar nei de tûn ek, en hia en de beide fammen en dou matte elk in stik goed in 'e han nimme, en gjin Fransen der in litte, en jimme matte jim forwarre ta de leste man ta, sa lang as ik kom. Ik scil likwol dalik tröch de slottûn nei de efterdoar gean; ik scil mar earst efkes in mantel helje, hwent it reint alderheislikst, — en mîn paroal scil wêse: „Alles wol!"

en mîn fieldgeröp: „York!” Né, dat giet net op, dat forstiet se net. — Nou, hwet den? — ’t Is alle-gearre ’t selde, — allegearre ’t selde. Nou, mîn fieldgerop is — is — „Gestige Skinke!” Dat forstiet se. As der sadwaende immen komt en röpt dat wird, den mat hia de esterdoar op dwaen. — Hest alles ont-halden?” „Ja, mînhear HARKEMA.” „Nou, gean den mar hinne, en gjin ien mat er in wird fen witte, de baljuw net ienris.” — FREARK gîng hinne en mînhear HARKEMA ek.

Mînhear HARKEMA hie foar ’t uterlike sîn oranje-kleur sa goed oufage, dat it him letter slagge, do oan beide kanten de hiette höllen hwet bigûnen to bikoeljen, om lid fen ’t bistiûr to warden. En do kocht er him dalik in blaulekkense riedshearsmonde-a-ring mei silveren binaisel, en om ’t er in great, swier en destich man wier, mocht er dat pak klean graech ris oan ha, sa faek as der mar hwet oanlieding ta bistie, al wier ’t ek mar dat de branspuit probearre waerd of ek as der inketiering kaem, om him bihoarlik in ’t postûr to setten. Mînhear de maire wier net sa pronksk, en as dy in sîn skier sarjes rokje op ’t riuchthûs efter de tafel siet to skriuwen dat him de singers pîpen, roan mînhear HARKEMA foar de tafel hinne en wer en sorge for de stasie en de weardichheid; hwerby ’t him den bysonder nochlik kitele as sa ’n Fransman him oanspriel as „monsieur le maire.” Mînhear RIPPERDA hie der ek net tsjin, hwent meastentiids wier der by dat wirk ek hwet in to sjetten, en dat liet er den mei de sta-

sie ek mar oan mînhear HARKEMA oer, en hy naem it wirk op him.

Sadwaende, do mînhear HARKEMA nei hûs gîng — hwent it reinen halde mar oan — do socht er ïn sîn kleankas om sîn skiere mantel en derby foel him sîn mondearing ïn 'e hannen en hy tocht: „Komoan, hioed is de gelegenheid er wol nei, en hwa wit, as dy klean my by mîn foarnimmen net tsienje kenne. Hy teach se oan en sette ek sîn nye tryetût op, dy de jonges ïn letter jierren, do er op in siamme ïn 'e tûn set wier, yet ïn dominys greft forsûpt ha. — Mar do ïn de tiid der ik fen fortel, wier dy steek yet ïn sîn moaiste glans, en do mînhear HARKEMA ta de doar út gîng sloech er de brede krage fen sîn mantel oer de hölle, dat de hoed net wiet waerd, en mînhear HARKEMA seach er do by liochtskîndeï krekt allik út as in franse generael by nacht, as dy de foarposten fen de fyand biloert. „Sie sa!” sei er, en nou ken my ek gjin menske. Hy gîng dwars oer de bûrren en makke in litse omwei oer in boerehiem, der boer NAMMEN ta 't harntsjefenster út sîn hînsers neiseach, dy de Fransen ek al fen de stal helle hiene. „Goe moarn, mînhear HARKEMA!” sei de boer; „och heden hwet is 't in tiid!” „Stil!” sei mînhear HARKEMA en gîng fierder. After de skûrre by de hikke kaem baes weinmaker him tomiette: „Goe moarn, mînhear HARKEMA!” „Hald de smoel!” sei mînhear tipelsinnich en gîng efter de slottûn om. „Goe moarn, mînhear HARKEMA!” sei HALBE spilmans greate jonge. „Klap!” der hied er ien mei de omkearde han foar de snût. „Domme jonge!

siuchst net dat ik onbikend wêse wol?" Sa gîng er  
in de slottûn; hy wier nortich en sei: „Dat mei de  
dîvel witte; in iepentlike bitsienning leit wrîchtich as  
in flök op in menske."

---

## ACHTSTE HAEDSTIK.

HWEROM MÎNHEAR HARKEMA MEI PAROOL EN FIELDGEROP  
KAEM ; HWEROM JIFFROU STELLINGWERF NET ÌN DE  
REIDSLEAT SITTE WOE, EN HWEROM DE RIEDS-  
HEAR OP DE MÛNLER SÎN WEIN KAEM EN  
DER EK WER OU.

Onderwiles wier FREARK SIMMEL mei 't foarskriuwne gesicht en de hadden in 'e bûsen, al fluitsjende nei 't slot gien, mar do er ta de koken inkaem forgeat er de foarschriften en sette in gesicht, dat koe immen oerlang bisjen en oerdwars bisjen, it hie altiid in oansjen as BILEAM sines, do sîn esel bigûn to praten, en hy lûstere' jiffrou STELLINGWERF ta: „De help komt neyer.” — „Jonge ! FREARK SIMMEL !” sei jiffrou, „hwet is dit ? hwet scil dit ? en hwet bitsiût dit ?” — FREARK sei hiar do hwet se dwaen moasten, dat hia hiar in 'e koken ta de leste man ta warre moasten om gjin Fransen der in to litten, en dat mînhear HARKEMA mei parool en fieldgerop komme woe en de kommando oernimme. „Lieave ginst !” sei jiffrou STELLINGWERF, „hwet mat ik

dwaen? Minhear de baljuw ken 'k onder sökke omstannichheden niet onder de eagen komme, hwent de skande is to great. Ik wol my derom mar stil op minhear HARKEMA forlitte en sîn rie folgje, en dy scil wol goed wêse, hwerfor wier hy oars riedshear? GRIET en LEEN, nim jimme togearre de efterdoar, FREARK en ik nimme de kokensdoar, en pas nou goed op dat jimme 't fieldgeröp net forjritte. De doarren waerden sletten, GRIET naem in biesen en LEEN in luiwagen; FREARK SIMMEL de yeskskeppe en jiffrou STELLINGWERF gripte al nei de tange, mar hia liet him doch wer lidse en sei: „De Heare mei der my for biwarje, dat ik mei moard en deaslach min skild greater meitse. Né, ik wit better middel.” Hia helle de yeskpoat en sette dy in 'e koken op 'e tafel, sa dat se 't each en de frye slach op de achterdoar en de kokensdoar hie, en hia sei: „Lit se nou mar komme! Dy fen min soarte fen salve hwet in 't gesicht kriget, dy scil him de eagen goed útfeye.”

It dûrre den ek net malle lang, do rop er ien by de achterdoar: „Alles wol!” en in lits poaske letter rop it selde lûd sunich trôch 't slotgât: „Gestige skinke!” — „Dat is de riuchte, sei jiffrou STELLINGWERF. „LEEN döch de doar in mansbreedte op, en as er der in is, flap den de doar gau wer ta.” LEEN die sadwaende de doar in bîtsje op, en minhear HARKEMA woe der ta 'n in kringe; hy smiet de krage fen sîn mantel esteroer, en sîn tryetût en de silveren krage fen sîn blaue rok kaem foar 't liocht. — „Hûh!” gûlde LEEN en biknîpte de rieds-

hear heal twisken de doar, „in Fransman! in Fransman!” — „Gestige skinke!” rop mìnhear HARKEMA, „hearre jumme 't net? Gestige skinke!” Mar 't kaem to let; GRIET hie him mei hiar stompe biesem de hoed al fen 'e kop en 't fel fen de tronie slein en jiffrou STELLINGWERF hie him al twa hanföllen yeske in de eagen smiten.

Mìnhear stie der to prûsten en to snuven en grabbele mei de hadden foar him ût, krekt as immen dy blinemans bortet. Nacht wier 't foar sîn eagen en gleane grimmigens in sîn hert. Sîn hele foarnimmen wier in misbaksel wirden, hwent hwet hie in geheim to bitsiutten, der sa 'n koken-opskoer ût foartkaem. Hwet ken in destige tronie útwirkje as der mei in stompe biesem oer hinne skrabbe is, en hwer bliuwt alle glans, as de reade yeske der oer hinne leit lik as de huningdaue op in blom?

De earste dy wer by hiar sintrum kaem en ontdiek hwa dat allegearre oerkomd wier, wier GRIET; mei in wip wier hia ta de esterdoar ût in 'e rein. LEEN folge hiar gau en rop: „Better in wiet jier fen ús lieaven Hear as fen ús jiffrou.” FREARK SIMMEL rop: „Heare krimmenikes! dat is mìnhear HARKEMA.” Jiffrou STELLINGWERF stie der as Lots wiif — allenne wier se hwet folseiner as LOTSKE — en hia seach by de riedshear op krekt as hy Sodom en Gomarra wier, en hia rop biustere flau: „Alle barmhertichheid! wy wannelje allegearre in tsiusternisse.” — „Jy prate hwet!” prûste mìnhear HARKEMA der ût; „jy kenne yet

sjen, mar ik ken mîn eagen net iepen krye. Wetter mat er komme." Do gîng 't op in waskjen en wirkjen, op in bikleyen en kibjen en bisusjen; mar mînhear wier to lilk, hy sei, om sîn part mochten alle slotjif-frouen ophinge wirde, hy scoe er wol for oppasse om him wer mei frouliu ïn to litten as 't om in heimlike ouspraek to dwaen wier. Jissrou STELLINGWERF wreau mei de skeldoek ïn 'e eagen en bigûn to skriemen en sei: „Minhear HARKEMA, jow my goede rie; in heit en mem heb ik net mear; mînhear de baljuw ken ik ïn sa 'n omstannichheid net onder de eagen komme; jy benne mîn ienichtste treast."

Minhear HARKEMA hie in hert en in goed hert, mînhear HARKEMA hie in sin, in weakmoedich sin, en do de yeske him net mear ïn de eagen timpere, en do jissrou STELLINGWERF de skrammen ïn sîn tronie mei ferske reamme însmard hie, dat sîn blier read gesicht fôlle hie fen in poddestoel der se miggen op fongen, do sei er friûnlîk: „Lit dat skriemen mar bitsjen; ik help jo to riuchte; jy matte de flecht nimme." — „De flecht nimme?" rop hia en biseach biustere forheard hiar eigen postûr fen onderen ta böppen. „Minhear HARKEMA! ik de flecht nimme?" en hia tocht der by oan de flechtige douen, dy hia böppe op 'e douematte hie, en as hiar omstannichheid sa bidroefde min net west hie, den hie se 't laitsen net litte kend. „Ja," sei mînhear, „kenne jy mei sök waer en sa 'n wei wol in ûre twa trye oanien, ïn ien toer, marseare? Hwent reau is hier net to kryen en den scoe 't ek net stil genoch biroerre wirde kenne." — „Minhear HAR-

KEMA," sei jiffrou en 't laitsen forgîng hiar gled alhiel,  
 „siuch mîn persoan oan, ik ben hwet swier ûtfallen,  
 en 't treppenrennen wirdt my by tiden al hwet bi-  
 swierlik." — „Kenne jy den ride?" — „Hwet sidse  
 jy?" — „Ik mien, as jy hîngsteride kenne." — Jiffrou  
**STELLINGWERF** gîng opstean en sette de hinnen in 'e  
 siden en sei: „Mei skande wol ik net libje. Hwet  
 froumenske rîdt op in hînsen? Ik ha mar ien kend in  
 mîn libben en dat wier in frelle, mar dy wier der ek  
 nei." — Do gîng mînhear **HARKEMA** opstean en roan in  
 kear twa de koken op en del en op 't lest frege er:  
 „Scoene jy 't wol oan doare om by dit waer siouer-  
 entwyntich ûren twisken dy hege reiden trôch to brin-  
 gen, der efter in 'e bûrfenne?" — „Minhear **HARKEMA**,"  
 sei jiffrou en taeste wer nei hiar skeldoek om de eagen  
 ut to seyen, „tink er om dat ik al fistich ben en 'k  
 hab forline hearst sa 'n swiere süktelein...." „Den  
 ken dat ek net," foel mînhear hiar in 'e reden, „den  
 wit ik yet mar twa utwegen, ien nei boppen en ien ne  
 onderen. Biside matte jy, op 'e souder of in 'e kelder,  
 ien fen beiden." — „Minhear!" rop **FREARK SIMMEL**  
 wils 't er efter 'e skerm wei krûpen kaem, „ik wit  
 it." — „Jonge," sei mînhear, „bist dou hier?" —  
 „Ja," sei **FREARK**, tige binaud. „Den is 't wer mei 't  
 hele geheim neat, hwent hwet trye witte, dat wit de  
 hele wrald." „Minhear!" sei **FREARK**, „ik scil der  
 siker wier neat fen sidse. En jiffrou, ik wit in plak.  
 Oan 't sket fen de riksouder is in planke los en dy  
 lit him ombûge, as jy jo hwet in elkoar jowe, kenne  
 jy der trôch kringe, en der efter is onder de pannen

in lits hoekje, der ken gjin dîvel jo fine." — „Dou ondogense snaek!" sei jiffrou en forgeat al hiar eangst-me en need, den hest dou it west, dy my altiid deworsten fen de souder stellen het, en, mînhear HARKEMA! ik hab altiid de onskildige rotten der mei bitige." — Minhear HARKEMA spriek nou FREARK SIMMEL fry fen in fiks pak bruyen, en sei, it wier nou hege tiid, dat hia ût 'e wei kaem, en dat hoekje wier 't riuchte plak for hiar.

Hia gîngen alle trye nei böppen nei de riksouder, en do FREARK SIMMEL de losse planke en de gelegenheid der ester oanwiisd hie, sei mînhear; „Sie sa, jiffrou, nou geane jy hier op 'e riksouder sitten, hwent sitte matte jy nou; ik scil de planke ester jo taslute, en as jy hearre dat er hwa hier foar aan 'e doar komt, den krûpe jy stil trôch de planke in dat hoekje en wachtsje jo for豪astjen en prûsten." — „Dat kenne jy maklik sidse, mînhear, in sa 'n riik!" sei hia. — „Dat scille wy wol goed krye," sei hy en stompte 't lûk op. Hia woene hinne gean, do sei jiffrou: „FREARK SIMMEL, mîn jonge, forlit my net en bring my tingel, ho 't de saek stiet." „Om gjin ding!" sei mînhear, „mei hy hier op 'e souder komme, dat koe sioen wirde, en den wier de hele boel forklapt. — „Stil mar, jiffrou," sei FREARK, „ik scil dat wol krye," en hy knipeage hiar skarlûnhastich ta. Hia gîngen do hinne, en jiffrou STELLINGWERF siet trurich onder hiar siden spek en skinken enworsten en sei: „Hwet helpt alle segen fen de Heare, as immen fen mîn jierren op 'e flecht is?"

Do mìnhear HARKEMA wist dat jissrou STELLINGWERF goed bisorge wier, gîng er wer del nei de koken, en pîpere FREARK SIMMEL yet ienkear it swyen in, mei sa 'n foege handgreep aan de earen. In de koken loek er him de krage sen de mantel wer oer de binaide rokskrage en de tryetût hinne en glûpte to mûk, as in kat sen de douematte, ta de esterdoar ût. Sa gau hied er likwol sin boppe-ein net ta de doar ût stitsen, of der kaem in geskreau en gegûl alhiel mal! en GRIET en LEEN, dy tocht hiene, dat de löft wer suver wier, en wer in de koken gean woene, spatten ût elkoar as in pear witbonte douen, as de hawk der twisken flucht. „Hald jimme smoel!” rop mìnhear HARKEMA, „ik döch jimme neat!” — Mar hwet holp dat? De boeren, dy yet mei hiar hînsers in de tûn bliuwn wieren, seagen om op dat gegûl, en do se ester hiar de neimakke franse officier seagen, dat likwol eigentlik mìnhear HARKEMA wier, do spilen se hakken op, allegearre op 'e griene poarte los, en 't dûrre net lang, do wier der hînsen noch menske mear to sjen. Mìnhear HARKEMA draide nou sen siden ou in de bosk, en do er sa 'n lits biditsen kattepaedsje lans gîng, hwa kaem der oan gean? Alde FOKKE Mûnler mei de mantelsek onder de earm. „Goe moarn, mìnhear HARKEMA!” „Dat is den doch in dîvels wirk!” sei mìnhear, „Siuchste 't net, FOKKE? Ik wol oimmers net bikend wêse.” „Der is 't my ek net om to dwaen,” sei baes FOKKE. „Mar mìnhear, mei jou wolnimmen, jy kenne my in deugd dwaen. Oan de griene poarte ha 'k mìn reau festbûn; bring dat, as 't jo bilieast, in feilichheid. Ik döch jo

graech wer ris in deugd; sa gau as de bears in de münlefiver bite wol, lit ik 't jo witte." „Ik scil 't bisorgje," sei minhear en ging nei de griene poarte, en do er de münler sijn reau der fún, makke er it los, sprong op 'e wein en woe just foartride, der kaem him in kliber Fransen tomiette, foaroan de oerman sels, op waens bifel al dy hìnsers op-ontbean wieren, en dy nou seach dat er fry hwet romte komd wier, hwent hia wieren meast allegearre ûtpiukt. Minhear HARKEMA waerd derom in ienen oanpakt, en fen de wein skoerd, en do de oerman sijn mondearing seach en hy jimmer rop, hy wier *conseiller d'etat*, — hwent hy wist sa gau gjin better franse namme to bitinken for lid fen de rie, — do tochten de Fransen, dat se in goede fangst hiene, hwent hy scoe de foarnaemste oanfieder fen de hele boel wol wèse. De oerman fen de kannonniers forflökte en forwinske himsels op sijn onkristelik fransk, dat er oan him in foarbielj sjen litte scoe; siouer mannen moasten him in hiar midden nimme, en sa waerd minhear HARKEMA, dy to mûk der komd wier om in goed wirk to dwaen, ta in iepenbier spektakel in de bûrren werom brocht om in haet-like bihanling to ondergean.

Wils 't dat barde, stie alde WITSE bakker der tichte by efter in grote kastanjebeam, hwent hy wier ek komd om de münler sijn reau in feilichheid to bringen. Hy sei in himsels: „Dat hy beet sit, dat mei neat gjin kwea; hwent hy kriget al sijn bollegoed fen GEALE bakker, hwerom net fen my? Nou hy mat himsels redde, en dat ken er ek wol,

hwent hy is tige wiis; mar dy onskildige stomme bisten kenne dat net; der mat oars immen for sorgje." Do gîng er op 'e wein sitten en ried stadich efter de Fransen aan nei sîn skûrre en der loek er de hînsers in.

## NIUGGENDE HAEDSTIK.

HWEROM MÌNHEAR DE BALJUW ÌN MARCUS AURELIUS LÈSE  
MOAST, EN HIM NET OM 'E HÖLLE WASKJE MOCHT, EN  
HWEROM MÙNLERS FYKE HIM NET MEAR TO KLIEMERICH  
FOARKAEM.

De alte hear baljuw roan in sìn keamer om en wier hoannich, hwent al wier er just net ien fen de kortkearichste, hy wier doch in ald man dy 't orders jaen wend wier en sìn eigen feste moden hie. En nou moast er him kommandearje litte, en hie de moarns acht ûre fen 't bed mattен — hwet tsjin sìn natûr wier — en koffi hied er ek net krigè, en do er, om him hwet op to fleurjen, in lang piip in 'e hölle stekke woe, do wieren der gjin pìpen. Hy skille ris, FREARK SIMMEL kaem net; hy skille yet ris, GRIET kaem ek net. Hy helle sìn snufdoas ût 'e búse en snuwde ris, mei sa 'n neitinkende lûk oan 'e noas, krekt as immen döcht dy him op alle mogelijk ongemak biredt meitse wol; hy helle sìn lorjet ût 'e búse en seach in 't waer. Bütendoar reinde 't dat it easde, en in de hege keale twigen fen de popelieren sieten de roeken sa stil en

dûkelhalsich, krekt as hiar de wiukken oan 'n oar plakt wieren, en hia dripten krekt as alte boer KEIMPE, do er ienkear op in jûn oan de ranne fen de hoed ta in de diksleat sitten hie. „Dy habbe ek al gjin wille,” sei de alte hear. „Mar hwer is in disse tiid ek wille in dit us lan? It is doch in wonderlike sake mei 't wraldsregear. Us lieaven Hear lit it ta, dat ien sa 'n kerel de hele wrald in onstiûr bringt. Dat is for in kristenmenske biswierlik trôch to sjen. Om by 't riuchtsinnige gelove oan in godlik wraldbistîûr, it nut fen sa 'n twingnagel as BONAPARTE in to sjen, dat is — dat is...” — en hy naem sin sliepmûtse ou en halde 'm in ein boppe de hölle. „Us lieaven Heare mei my de sonde forjaen. Ik hab tsjin gjin mensken ea in hate hawn, tsjin gjin menske fyandskip; mar nou hab ik in hate,” en hy smiet sin sliepmûtse op 'e grûn en sette de foet er op, „nou hab ik ien! en ik wol him ek halde!” Dat leste like er wol hwet lûd röppen to habben, hwent sin wifke kaeim biuster onsteld ta de doar in: „WEBER! WEBER! hwet is der oan? Het FREARK SIMMEL of GRIET.....?” „Né, NEANKE,” foel er hiar in 'e reden en krike de sliepmûtse op, „dy net; BONAPARTE mar.” „Lieave ginst!” rop hia, „al wer? Ho kenst dy der sa lik om meitse?” en hia ging nei sin boekkas en helle der in boek ut. „Hier WEBER, les in din boek!” Dat wier nou it boek sen MARCUS AURELIUS. Der lies de baljuw in as de hölle him balstiûrich west hie, in kapittel, en hied er tige lik west, den twa. Sadwaende naem er nou 't boek ek en lies, en sin wifke die him de wite purgearmantel om

en makke him it moaje, grisc hier in order en frisle  
him dat alde litse fornimstige stirtsje en stoude him  
seaft en hoeden it fine poejer oer de hölle. MARCUS  
AURELIUS died er sines ek ta, en alle lilke tearen en  
falden waerden wei op sijn earnstige foarhölle, do  
mefrou de baljuwske mei 't lits silveren meske him de  
poejer fen de tronie skrabbe. „Hwent dat moast se  
him der altiid ouskrabje,” sei GRIET, as se deroer aan  
'e gong kaem; „waskje ken er him den net, hwent  
den scoe 't wittenmoal him de eagen ta plakke.”

„NEANKE!” sei de baljuw, do sijn kopstik in 'e stif-  
sel set wier, „siuch doch, as jy kenne der onder ris  
in de hûshalding rûn. It is doch in wonderlike saek!  
GRIET komt net, FREARK SIMMEL komt net; dy donderse  
godloase Fransen habbe hier 't hiele hûs in dis-order  
brocht. — Né, dat is sa!”

Mefrou de baljuwske wier in lits goed wifke, in  
bitsje swaklik fen persoan; derby likwol net tipelsin-  
nich, en altiid klear om de wonderlike streken fen de  
alde hear to fordragen. Hia hiene in soan, hiar JOUKE,  
dy wier al in 'e freamdte, en sa wieren de beide liu  
in dat alde greate slot alhiel togearre, en droegen in  
troue en earberheid leed en wille mei elkoar. En as  
de forfeelsumheid hiar ris oansloech, den slagge 't ge-  
lökkich altiid sa, dat minhear de baljuw krekt op 'e  
riuchte tiid, op in nye wonderlike insal kaem, en út it  
forfeelsum gapjen kaem den in echte sâne moaiwaersprûst  
soart, dy de lieafde wer opfleure; hwent mei de lieafde  
is dat lik as mei in beam, ho mear 't de wîn in de krûn  
en in de bledden spilet, des to fester set er sijn wirtels.

Nou, dat mînhear de baljuw dy moarns sîn goed wifke forsochte, dat se ris nei de hûshaldlike saken omsjen scoe, dat wier nou fest gjin wonderlike însfal, en derom rekke mefrou ek net oan 't prûsten, howol ïn ûs forloichte tiid man nich foarname mefrou, by sa 'n foarstel, dat wol dien ha scoe. Hia wier krekt hinne gien, do FOKKE mûnler mei sîn mantelsek ta de doar ïn kaem.

„Goe moarn, mînhear de baljuw,” sei baes mûnler en makke in bûging, „mei jou wolnimmen.” — En hy lei sîn pak op 'e tafel, „hier is 't!” „Hwet is 't?” frege de alde hear. — „Minhear, hwet wit ik er fen? Ik wit wol hwet, ik wit in hele boel en 'k wit neat, mar safolle wit ik, in skurkeboel is 't.” „Baes FOKKE: ho komst dou oan in skurkeboel?” „Ho komt de hûn ïn 'e halsban, mînhear baljuw? En ho kaem de faem oan 't bern? — Ik wit allenne dat dit de Fransman sîn mantelsek is, en dat de dîvel my jisterjûn dy Fransman op 'e wein smiten het en dat mîn fynt FREARK him er foart wer ou smiten het.” — En nou forhelle baes mûnler de hele storie.

De alde hear roan wiles de keamer op en del en grommele hwet binnensmûle fen „in heislike saek!” en den stie er ris wer stil foar de mûnler en seach him stiif ïn de eagen, en do de mûnler oan 't ein wier sei er: „Nou, baes FOKKE, dat is den nou likwol doch wol wis, dat dy Fransman yet libbet?” „Ja, mînhear baljuw, hwet wit ik derfen? — Siuch mînhear, as ik er in slach nei slaen, den tink ik sa: kald wier 't to nacht for disse tiid fen 't jier just net; mar 't het de

hele nacht reind, en as ien fen ús beiden, mînhear, jy of ik, de hele nacht derlein hiene, wy wieren mogeliker wîse forklomme. Mar ik rekkenje sa: sök folk is dat omtorkjen better wend as wy, dat komt hiar wol faker oer en derom scil 't him net hindere habbe. En der wei roan is er tominsten; **FREARK** is him efternei, en as him nou letter yet hwet oankomd is, den benne wy der doch net skildich aan." „Baes, baes!" sei de alde hear en sködde mei de hölle, „dit is in slim stik! As din **FREARK** de Frânsman net wer kriget ken 't dy de krage kostje. „God mei my bewarje!" rop de ald mûnler, „fen hwet domme setten lit ik my op mîn alde dei ride? Mînhear baljuw, ik ben onskildich, ik hab ommers ek de mantelsek net halden, en 't hinser stiet in WîNSE bakker sîn skûrre." „Dat is ek din gelök, baes mûnler, dat is ek din great gelök; hwent dat ken ik for dy tsiûgje. En kleare bare goud en silver is in dat felies, seiste?" „Kleare bare goud en silver, hollansk jild en lowi-dors en silveren leppels!" En dermei gaspe baes **FOKKE** it pak los en liet mînhear de boel sjen.

Mînhear de baljuw skoerde in pear greate eagen op. „Lieave ginst en gjin ein!" rop er, „dat is wrîchtich in skat!" „Ja, hwet sidse jy der fen, mînhear? Mîn wiif seit oars net fölle, mar do se dit seach sloech se de hannen in elkoar en hia sei gjin wird." „Dat is alle gearre stellen, baes. Hier op dit silverwirk stiet in adelik wapen, dat ken ik. Dy leppels het de skobbert hier in de neibyheid stellen. Mar dermei wirdt de saek net better."

De ald mûnler stie der krekt as er tröch de grûn sinke scoe; mînhear de baljuw roan in 'e keamer om en wreau him de hölle, op 't lest gîng er op 'e mûnler ta en lei him dê han op 't skouder: „FOKKE mûnler, ik ha dy altiid for in earlik man halden, mar sa 'n earlikens in sa 'n omstannichheid! — Dou kenst net fen de iene dei ta de oare komme, en dou jowst ût eigen oandrang sa 'n slompe jild werom, — der eigentlik gjin ien fen wit hwer 't thûs heart?” — De ald mûnler waerd sa hiet om 'e hölle as fiûr en oer en oer read, en hy seach nei sîn teannen. „Ja baes mûnler,” sei de alde hear fierder, „dat is in bysondere died fen dy, hwent fen 't jinge hier foarsfallen is, kenst dou net witte; mar tankje din Skepper, hwent it is mogelik dat dit stik dy 't libben biwarret.”

It gefaer, dat de man him tinke moast, de onfortsienne lofspraak, dy him krekt sa seast oankaem, as dat immen op in leningstoel sitten giet der sîn lieaf wifke in spealdekeassen op dellein het, it ûtsicht, dat er mei Gods help ût dit slimme onleech yet tröch in lits gatsje krûpe koe, en dat hy dat alles net fortsienne hie, pakten de ald mûnler hird oan. Hy stie der mei delsleine eagen, en wrong himsels hinne en wer en hy draide mei sîn hoed om, al fûlder, al fûlder; einlings sloech er de hoed mei de beide hannen rûngear, dat er alhiel ût sîn fetsoen rekke, en hy rop: „De dîvel mei dy hele fransestorie helje en my der by, mînhear baljuw! As ús lieaven Hear tsjin my genade foar riucht gean litte wol en my ût disse ellende helpt, den wol ik ek net mei ongeriuchtichheden tsjin him bistean.

Né, hwet wier is, is wier! En as mìn fanke FYKE der net west hie, den lai dit biroerde fransejild in mìn kas en ik hinge jûn aan de galge to bingeljen." — En do forhelle er de hele saek.

„Baes FOKKE!" sei de baljuw, do alles him fen stikje ta bitsje forhelle wier, „ik ben gjin greate maet fen fammensbern, jonges benne better; famkes berme my to kliemerich; mar din dochter FYKE....? dat is den doch hwet oars. Baes FOKKE, dat strekt dy en din wiif ta 'n eare, dat jimme sa 'n bern opbrocht ha. Hark ris, baes, aste ris wer op 't slot komste, nim FYKE den ris mei; ik — dat is to sidsen mìn wiif seil der aerdichheid aan ha. Né, dat is sa. Nim nou dy mantelsek en bring dy nei 't riuchthûs en tsienje dy der oan, hwent de Fransen scille der wol sa 'n soarte fen in riuchtdel halde — 't scil der ek wol nei wêse — en freegje dou earst nei de maire, dat is in wolmienend man en dy ken ek frans prate, en binnen kort scil ik der wêse, en alles hwet mar mogelik is scil ik for dy dwaen". „Tige best, mìnhear baljuw! 't Is my al in hiel ein rommer om 't hert. — En mei dy oare storie, mei dat bankerotslaen, miene jy.....?" „Datst dou in ald gek biste, dy in din alde dagen mei yet mear bislommeringen in to jaen." „Best, mìnhear baljuw! nou, den it beste!" — En dermei gîng er hinne.

---

## TSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM FREARK SIMMEL BY 'T WINTERDEI SONDER PARA-  
PLUIE IN IN APPELBEAM SIET, HWEROM HY HIM IN LITS  
PAKJE POMPIEREN ONDER 'T BAITSJE BIKNOOPTE, EN  
HWEFOM JIFFROU STELLINGWERF HIARSELS FOR IN  
GREATE SONDARESSE FORKLEARRE.

Nei in korte poas kaem mefrou de baljuwske wer  
in 'e keamer en sei: „WEBER, ho is dit? FREARK  
SIMMEL is der net, jiffrou STELLINGWERF is der net, en  
in hia keamer leit it er hinne, krekt as der Heidens  
en Turken hûshalden ha, en de fammen dy sidse, hia  
witte fen neat, as dat mînhear HARKEMA ta de ester-  
doar înglûpen komd is, en GRIET het him ût forsin  
mei in stompe biesem oer 't gesicht skrabbe, en jif-  
frou STELLINGWERF het him in pear hanfollen yeske in  
de eagen smiten, ek allenne ût forsin, en sint dy tiid  
habbe FREARK SIMMEL en jiffrou STELLINGWERF wei west,  
en hia witte net hwer dy benne.” „Dat is doch in  
bysondere saek,” sei de alde hear. „Hwet doch  
mînhear HARKEMA in mîn koken? Ik mei de man oars  
wol lye, NEANKE, hy is in plesierich man; mar hy

stekt sîn noas ïn elke neatichheid, en hwet fornimstichs is derby, sîn libben net foar 't liocht komd. — „Sids my ris, NEANKE, hokker fen de beide fammen haldste for de forstannichste?” „WEBER, hwet praetste? Om forstan hoeft men ommers by dat slach fen mensken net to tinken.” „Nou, den de liepste, de reddichste.” — O, dat scil GRIET BETTERDY wol wêse, hwent de eagen geane hiar fiks ïn 'e hölle om, en 't mûlwirk sit hiar yet better op 't riuchte plak.” „Röp my dy den mar ris binnen.”

Dat waerd dien en GRIET kaem. Dy GRIET BETTERDY wier in kort feađich fanke, sa wach en krigel as men 't fen in dorpriuchters dochter winskje koe. Nou stie se likwol foar mînhear de baljuw en sloech de eagen del en tsjispele mei hiar skeldoeksban om, hwent it lai hiar op 'e lea, dat dit wol in soarte fen in riuchdei wirde scoe. — „Sadwaende,” bigûn de alde hear, „ta wierheidsprekken wirdste formoanne en sa fierder. — GRIET BETTERDY, hwet witste to forheljen fen jiffrou STELLINGWERF? Bigjin fen jisterjûn ou.” — GRIET forhelle do hwet se wist en hwet wy witte. — „Sadwaende,” sei de alde hear, „hia het by dy sliupt en net ïn ien en deselde keamer mei mînhear DROZ.” „WEBER, hwet praet is dat?” smiet mefrou der twisken ïn. — „NEANKE, eltse omstannichheid is wichtich, as de onskild oan 't liocht komme scil. — En dou bist fen miening,” sa bigûn er wer tsjin GRIET, „dat se net mei HARKEMA foartroan is?” „Né, mînhear; op 'e flecht is se, leau 'k; mar net mei mînhear HARKEMA, hwent dy is my letter allenne ïn de efterdoar met, do

ik by min broer wei kaem, hwent dy wier hier in 'e tûn, minhear, mei us hînsers om kanonnen to ride; mar," — en hia sloech de eagen op en hiar sune tronie seach er echt bîsich ût, „mar minhear, hy het de Fransen to gau west.” „So?” frege de alde hear, „het er de Fransen to gau west?” „Ja, minhear, sei GRIET, en hia gniske sa lûbishaftich in hiar sels, „en hy het de hele kliber îndachtich makke en het dy oaren de griene poarte wiisd.” „Dat is in domme set fen him west, en as de Fransen him krye, scille se 't him îndruye. In eigenwiis folk benne jimmie; sa is dat BETTERDY's folk allegearre. — NEANKE, onthald it hwet mei, dat ik om dy slorm, dy FREARK BETTERDY tink. En hwer is FREARK SIMMEL?” — Dat brocht GRIET wer dîvekers in 'e mît, en hwet er nou ût kaem, dat kaem sahwet drippendewise. „Ja minhear, fen 'e moarn smiet er minhears pîpen allegearre stikken en fen este- ren sei er, ik hie 't dien. En minhear, ik koe der net foar, hwent ik woe mar efkes om 'e hoeke kipje, do dy franse officier der sa 'n spil útjowch, en do roan hy mei de pîpen tsjin my oan, en nou lidse de stikken en stallen in 'e koken.” „En fierder hest dou him fen 'e moarn net sioen?” „Ja minhear, do de ûrwirkmaker transpereard waerd, do roan hy mei, en do er derfen werom kaem praette er mei jiffrou STELLINGWERF stedsk, en foart derop lûsteren hia togearre.” „Stedsk? FREARK SIMMEL stedsk? Hwet het dy jonge stedsk to praten? Hwet sei er den?” „Hy sei: Redding nadert.” „Ei? En letter kaem minhear HAR- KEMA?” „Ja, minhear, en ik striek him mei de bie-

sem oer 't gesicht, mar ik koe der ek net foar." „Dit is doch in bysondere saek," sei de alde hear en hy roan op en del en hy taeste him jimmer onder 't kin en hy seach nei de grûn en seach nei de souder. Op 't lest bleau er stean en hy sei: „NEANKE, de saek is my klear, dat ald sloof, jiffrou STELLINGWERF is de binaudheid oanslein, en mînhear HARKEMA het him der mei inlitten, en het it ien of 't oar forkeards útriuchte. Jy scille 't sjen, hia het hiar forstitsen." „Lit hiar den mar wêse, WEBER." „Dat ken net, NEANKE, hia mat foar 't liocht, hwent hia mat tsiûchnis oulidse for de úrwirkmaker en for de mûnler; dat ken dy beide oars de krage kostje. Wist ik nou mar earst hwer dy bissfynt fen in FREARK SIMMEL wier, dy wit de hele tadracht. — En dou witst net hwer 't er is, GRIET?" „Né, mînhear." „Nou, den kenst dou hinne gean."

Do GRIET hiar omdraide foelen hiar eagen op 't hoekefenster, mar om 't hiar eagen tige helder en skerp wieren, foelen se ek trôch it fenster en seagen hwet in ein der efter foarfoel. Hia draide hiar wer om en sei: „Mînhear de baljuw, nou wit ik hwer 't er is." „Nou, hwer den?" „Siuch mînhear, der sit er." „Hwerre?" frege de alde hear en sette de fok op en seach alle kanten út, allenne net nei 't plak der FREARK SIMMEL siet. — „Derre, mînhear, der, in ûs alde swietekantsjebream, dy op 'e hoeke sen de koken stiet." „Wrachtich, ja! — Dit is doch in bysondere saek! — NEANKE, in 'e winter! — As 't in 'e hearst wier, as der apels aan 'e beam sitte! mar NEANKE, in 'e winter!" „Och," sei mefrou, „licht oefent er him

der mar ris op." „**GRIET BETTERDY**," sei de alte hear,  
wils 't er sìn bril foar de eagen hinne en wer skoude,  
„dou hest skerpe eagen; hwet docht er der?" „Ja,  
mìnhear, in lange latte het er der, mar hwet er der-  
mei ûtfiere wol, dat is foar mìn eagen biditsen. Hy  
skermesearret er mei foar 't lûk fen de riksouder."  
„**NEANKE**, foar 't lûk fen ûs riksouder! Hwet scoed  
er der wolle, **NEANKE?**" „Ik wit net, **WEBER**, mar 't  
scoe my neat binye, as der moarn werworsten mis-  
ten." „Siuch jy wol? Siuch jy wol? Ei, dat is knap!  
Dat is den mar in kostlike beam for ûs **FREARK SIM-  
MEL!** Simmers apels en winters worst!" — Dermei  
makke er it fenster op en rop: „**FREARK SIMMEL**, kom  
der wei, mìn jonge; dou seit oars keald skipje, der  
în 'e rein to sitten."

Der mat in freamde lannen in dier bisteant, dat nea-  
me se luiaerd, dat mat saun dagen wirk habbe om in  
in beam op to kommen en ek saun dagen om wer op  
'e grûn to kommen. Nou sa fôlle tiid brûkte **FREARK  
SIMMEL** jûst net, do er ût dy appelbeam kaem, mar  
't dûrre doch lang enoch, en ût noed for sìn broek  
liet er him grif net sa oerlangsum nei onderen glide,  
en doer op 'e grûn wier, do wie 't oan him to sjen,  
dat er in bistan stie, as er komme scoe of ûtsnye.  
Mar **FREARK SIMMEL** wier in brave jonge, hy kaem;  
allenne halde er him nou en den in bitsje op: „**GRIET**,  
hwet docht er der efter de krûsbeibeamkes?" frege  
de alte hear, „Ja, mìnhear, hy het der, leau 'k,  
hwet efter smiten." „Sò? dat is den in oare saek. —  
Nou, **FREARK**, kom mar ta de kokensdoar in. En dou

GRIET, gean hinne en pas my op dat er net ta de foardoar wer ûtknipt." GRIET gîng hinne en FREARK kaem, sa oerlangsum as de diûre tiid; mar hy kaem. „FREARK SIMMEL, mîn jonge, sa fôlle însjen moast dou al habbe, dat it net goed for de sündheid is by reinish waer ût 'e hûs to sitten, nim dy tonei in parapluie mei aste bûten doar sitte wotte; en safolle însjen moaste ek al habbe, dat it net goed for dîn broek is, by wiet waer in in beam to klanterjen; doch dat tonei in in droege tiid sen 't jier. Nou, sids my ris: hwet diest der in dy beam?" „Och mînhear, dat die 'k sa mar ris." „Kom," sei de alde hear, „dy reden lit him wol hearre. Mar hwet ik eigentlik sidse woe: hest neat fen jissfrou STELLINGWERF sioen?"

FREARK SIMMEL, dy in hiel oare frage forwachte hie, libbe eagenskinlik wer op en sei tige krigel: „Né, mînhear baljuw." „Ja, mîn jonge, ho scoest dou ek hwet witte fen in saek, der nimmen hwet fen wit? Nou, hab nou de goedichheid en siuch my ris riucht in 'e eagen." — FREARK SIMMEL hie dy goedichheid; mar sin ûtkik wier in falsk dûbeltsje, en de alde hear like dat ek net for echt oan to nimmen, hwent hy sei: „FREARK SIMMEL, hier is in mes, gean nou ris in 'e tûn en sny my ris ût de hasenutebeammen — dou witst wol hwer se stean — sa 'n lits stokje, sa 'n ien as in — as in — nou, as dîn middelste finger fen tsiokte; en den, mîn jonge, hest der efter de krûsbeibeamkes in 'e tûn hwet weibrocht; röp GRIET BETTERDY, dy scil dy helpe to siikjen, datst wer krigeste hwet dînes is. Mar, hearste my, GRIET BETTERDY mat mei."

**FREARK SIMMEL** hie sadwaende, onder tige binaude omstannichheden in minne tatid; hy hope likwol op twa dingen, hwerop de measte mensken in hiar forlegenheid hoopje; nammentlik foarearst op 't bistiûr fen heger han, dat dy yet krekt ear enoch de alde hear in stien in 'e wei smite scoe, om sîn foarnimmen to forhinderjen, en den oard op sîn foarige onderfiningen in sökke forlegene tiden; bûten dat hied er yet in help in 'e need, der sliuchtwei mensken net fen witte, nammentlik sa 'n lits pakje alde pompieren, dat er him as 't nipte en wer nipte onder 't baitsje biknoopte: dat forgeat er nou ek net. Hy gîng sadwaende ridlik wol to moed in 'e tûn, mei de stille hope dat **GRIET** it riuchte plak efter de krûsbeibeamkes net goed merkbiten ha scoe; mar wils 't hy dwaende wier om in hansum stokje to siükjen, seach er mei inerlik ougriis, dat de faem krekt op 't riuchte plak ta gîng en der hwet op krike, hwet him fen fierren talike fôlle fen in worst to habben. Hy moast him sadwaende oars sjen to helpen, derom snyde er foarearst in pear onmerklike kernen in de hasenût-stok, der dat ding foaral net sterker fen waerd, en do bisocht er om **GRIET** hiar finst ou to praten. Dat lökte him likwol net, hwent **GRIET** hied er gjin sin aan om in twade eksamen foar mînhear de baljuw to ondergean, en derby foel 't hiar in, dat it mogelikerwise **FREARK SIMMEL** west hie, dy hiar foar in dei of acht in hanfol sinknipse baergeborstels in 't bed struid hie. Sa kaem den nou **FREARK** mei de stok en **GRIET** mei de litse spítige worst wer foar mînhear de baljuw.

„**GRIET**,” sei mînhear, do er hiar de worst ounomd hie, „dou kenst nou hinne gean, fanke.” „**NEANKE**,” sei er tsjin mefrou en halde hiar de worst foar de eagen, „dit neame wy in corpus delictie.” „'t Ken wêse, **WEBER**, dat it ding in 't latin sa hiet, mar wy sidse der tsjin fen worst.” „**Moai, NEANKE!** Sids my ris, kenne jy forklearje, dat dit ien fen ûsworsten is?” „Ja, **WEBER**, dat ken 'k sjen oan 't bandsje,” „**FREARK SIMMEL**, ho bist dou oan dy worst komd?” — Dat wier nou for **FREARK** in alderheislikste frage fen mînhear. De biskikking fen heger han like der net twisken komme to scillen, sîn onderfiningen jowgen him gjin liocht, mînhear de baljuw stie foar him, in de iene han de worst, in de oare it stokje, en dat wier op sîn meast twa foet fen sîn rech ou; hy wier sadwaende op dat pakje pompieren nei komd, en dat wier ek al in fai spil; minhear hie 't ienkear al ris oan 't klappen mirken. Hy jowch him sadwaende forlern, hy bigûn to skriemen en sei: „Ik hab him to jow krige. „Dat lichste!” rop mefrou haestich, „dou hest him mei in latte fen de riksouder helle.” „**NEANKE** bidarje hwet; gjin *suggestive* fragen. **FREARK**, hwa het dy de worst jown?” „Jissrou **STELLINGWERF**.” „Hwersanne, **FREARK**? ” „Do ik in 'e beam siet.” „Siet hia der by dy?” „Né, hia siet op 'e riksouder en do het se my de worst op 'e latte stitsen, der hie se in spiker in slein.” „Dou hest my in hoat lîp sein, dou wist net hwer jissrou **STELLINGWERF** wier; sadwaende hest my tofoaren lieagen.” „Minhear baljuw! mînhear baljuw! slaen my net. Ik ken 't sikerwier net

helpē. Mînhear HARKEMA het it mei my ouspritsen, en ik moast him heilich onthiette, dat ik tsjin gijn menske, ek net tsjin mînhear de baljuw, sidse scoe hwer jiffrôf STELLINGWERF wier." „Is mînhear HARKEMA din breahearrē of ben ik it? Dou hest lieagen, FREARK, en aste mei lieagens pielste den krigest bruiyen, sa stiet dat in ûs kontrakt." — En mei krige mînhear de baljaw FREARK by de krage en onderhelle de stok, en as 't heger bistiûr yet twisken beiden komme woe, den waerd it hege tiid, — en it kaem twisken beiden.

Der waerd fen bûten oan 'e doar tikke en LÛTSEN eksteur kaem in: „De groetenisse fen mînhear de maire en de saek stie net to best for de ûrwirkmaker en de mûnler, en as mînhear de baljuw sa goed wêse woe om dalik in 't riuchthûs to kommen, mar foaral jiffrôf STELLINGWERF meinimme, hwent hiar tsiûchnisse wier foaral fen great bilang." „Ik kom dalik, hear LÛTSEN. — NEANKE, it bigjint to nipen. FREARK helje mîn jas, en jy, NEANKE, gean nei dat ongelökkige sloof op 'e riksouder en helje hiar hier." — Hwet wier FREARK linich om de jas to heljen. Hwet skrepte er om mînhear onder de eagen wei to kommen. „Mefrou," sei er, „ik mat mei; allenne for jo komt se net foar 't liocht, hwent hia sit eigentlik net op 'e riksouder, hia sit der efter op in plak dat ik allenne wit." — Sa roan hy den foarût en mefrou kaem him efternei, mar sunich.

FREARK kloppe oan 'e doar: „Jiffrôf doch iepen, ik ben 't." — Gjin antwird. — „Jiffrôf, 't is goed folk! gestige skinke!" „Gjin antwird." „Jiffrôf, de Fran-

sen benne foart." — Do bigûnen se hwet to hearren en mei in binaud lûd waerd er sein: „Dou bist in lieagener op en ût; bring my net in forsîking." — Onderwiles rop mefrou ek: „Jiffrou STELLINGWERF döch mar iepen, ik ben der; mefrou." „Ik ken my net foar jo sjen litte," waerd er werom röppen, „ik ben in sondaresse, in greate sondaresse." „Nou, doch mar iepen, dat scil him allegearre wol skikke."

Nei lang hassebasjen die jiffrou STELLINGWERF den einlings de doar iepen, en do stie se der mei in reade hölle en triennen as knikkerts roanen hiar by de wangen del. Mar ont hioed de dei ta wit yet gjin ien it, as dat fen oandwaning kaem of fen de reek. Allike fölle, de triennen roanen, en as dat fen in breed en swier aldfaem sein wirde ken, den mei ik sidse: hia stie der as in knûkere reid. „Mefrou," sei se, „ik ken jo net onder de eagen komme, ik ben djiep sonken; oer de twyntich jier ben ik al in jou segene hûs, en fen mîn libbensdagen net hab ik jo in sprûtsel onthindere; ien boase ure het dat oars makke; ik hab mîn hannen bikweadige aan hwet jowes is." „Och, jiffrou STELLINGWERF, praet der net oer, kom mar mei nei onderen." „Gjin stap, mefrou! earst in omstannige bikentenisse. Siuch, mefrou, jy witte 't, ik ben op 'e flecht. Mînhear HARKEMA het my holpen to fluchtsjen, en disse bîsfynt, FREARK SIMMEL. En nou sit ik hier in noed en perikel to tinken oer mînhear DROZ sîn lot, en oer al dat oare, en ik tochte dat disse snaek fen in jonge my tingé bringe scoe ho de saek stie. Ik hearde fen bûten foar 't lûk ien brimmen en dy rop my by de

namme, en do 'k nei 't rût glûpte en der ta ût seach,  
 do wier 't my as 'k fen 't waer 'slein waerd, hwent  
 tink ris ta, mefrou, dy oerkomling wier in de swiete  
 kantsjebeam klantere en wier op in lange toeke lans  
 krûpt, en do sweefde er as in skierroek boppe de  
 djipte. „Jonge,” sei 'k, „FREARK SIMMEL, wost wol  
 ût de beam gean?” — Do gnîsde de jonge my oan.  
 „Jonge,” rop ik, „ik ken dat net foar din heit for-  
 antwirdsje, dy in sa 'n gefaer to sjen.” — Siuch me-  
 frou, do bigûn de jonge lûd to laitsen en hy sei: „Ik  
 woe jo mar eskes tînge bringe: de ûrwirkmaker wirdt  
 ophinge, en minhear HARKEMA dy habbe de Fransen  
 krike, dy sit in 'e boejens, en in heel battaljon is der  
 ûtstiûrd om jo to siikjen.” Mefrou, dat wier gjin treast-  
 like tînge, en min eangstme wier great; mar ik ken  
 mei de han op 't hert sidsé: min eangstme om de  
 jonge wier greater. „Jonge,” rop ik, „gean doch ût  
 dy beam.” Siugge jy, mefrou, do gnîsde er my oan  
 krekt as in aep op in drommedaris en hy sei: „Ja,  
 as jy my in worst jowe.” — En do bigûn er aller-  
 hanne malle gekke kinsten to meitsen, en hy hipte op  
 dy twîgen om, krekt as in kenin in in koaltûn, dat it  
 my grien en blau foar de eagen waerd. Nou mefrou,  
 do tocht ik: hwet is in worst? En hwet is in menske-  
 libben? En in min eangstme bikweadige ik min han-  
 nen oan jou eigendom; hy halde de latte ta 't lûk in  
 en ik stiek de worst er op. Do waerd hy roppen hier  
 by minhear de baljuw, en do er him nei onderen sakje  
 liet, rop er my sunich ta, hy hie my mar hwet wîs  
 makke, der wier allegearre neat sen wier. Derom sids

ik, hy is in lieagener, mefrou, en der bliuw ik by.”  
 „Lit him mar efkes tiid dwaen,” sei mefrou, „hy het  
 by min man ek yet in skinke in ’t salt; hy scil sin  
 riuchter net ontgean.”

Mei moeite krige mefrou de alde jiffer fen ’e souder  
 ou en do se onder kamen roan minhear de baljuw mei  
 sin deftige stap in sin fölle stasie op en del en wachte  
 al. En do wier ’t in swier stik om jiffrou STELLINGWERF  
 er ta to kryen dat se mei de alde hear nei  
 ’t riuchthüs ging — „in de iepene liuwebek,” sei hia.  
 Hia woe alles lye hwet se in hiar onforstan fortsienne  
 hie, al hie dat in goedens en mei eare pleats hawn;  
 mar foar al dat freamde manfolk to stean en hiar fen  
 wegen minhear Droz to defendearjen, dat ging hiar kref-  
 ten to boppe, as fetsoenlik froumenske, en as minhear  
 de baljuw der fest op stie, den moasten GRIET en LEEN  
 ek mei, hwent dy moasten wer fen hiar bitsiugje, dat  
 hia de nachts by hiarren sliupt hie.

In dat punt moast minhear de baljuw den tajaen, en  
 wils ’t jiffrou STELLINGWERF in hiar keamer gien. wier  
 om hiar in alle haest hwet to forhimmeljen, ging de  
 alde hear mei greate stappen, in djieppe oertinkings  
 op en del, en swaide mei sin gongelstok in ’e loft:  
 yet ien ut sin studentetiid en der sonder ging er sin  
 libben der net op ut. Op ’t lest sei er: „NEANKE,  
 hia het gelik; de twa sammen kenne us gjin ontsienst  
 dwaen. Mar NEANKE,” en hy snuwde sa ’n bitsje  
 om him hinne, „’t is krekt as ’t hier nei rikke iel  
 rukt, het alde JILKE fen GIELTERP mei sin iel hier west?”  
 „Hwet prate jy, WEBER, dat is fen hiar, hia het om-

mers langer as in ûre op 'e riksouder sitten." „Dat is den in oare saek," sei de alde hear, en mefrou moast de beide fammen röppen. „O jiffrou STELLINGWERF kaem wier 't selskip foltallich en hia gingen foart, nei 't de jiffrou sen mefrou in ouskie op libben en dead nomd hie. Gjin ien sei in wird, mar do se by de slotpoarte kamen, swaide jiffrou STELLINGWERP hiar om en sei: „GRIET, as wy op it plein foar 't riuchthûs komme, ren den gau efkes skean-oer nei master LUKAS, dat hy hwet om my tinkt in min ongelök, der mocht my ris hwet oerkomme, ik koe wol ris sen my sels reitse.

---

## ALFTE HAEDSTIK.

HWEROM WÎTSE BAKKER TRÖCH SÎN PIJP MEI ÎN 'T KOMPLOT  
KAEM; HWEROM JIFFROU STELLINGWERF MÎNHEAR DE BAL-  
JUW FOR IN WITE DOU OANSIUCHT EN GRIET BETTERDY  
FOR IN ENGEL, EN HWET TINKBIELD HIA OER IN  
FRANSE KRÎCHSRIUCHTER HIE.

Ging 't er op 't slot al hwet bont ïn lans, ïn 'e  
bûrren seach 't er yet fölle bonter út. Siker, as sa  
'n heap soldatefolk in dorp mei inketiering oerfallen  
kaem, as de boeren út de omstreken mei hînsers en  
weinen en de handwirksliu en arbeiders út de bûrren,  
ta allerhanne tsiensten by 'n oar tromme waerden, wils  
't oan 'e iene kant de jammer en de ellende kriet en  
klage en oan de oare kant de oermoed in hopen ge-  
weld útjowch: den koe 't sa stil net tagean as ïn 'e  
tsjerke. Mar de Fransen namen hwet hiel fölle fry.  
Hia wieren hier ienkear oanhelle om ûs lan de fryheid  
to bisorgjen sa 't hiet; mar do se hier wieren, mak-  
ken se 't ûs folk sa lestich, dat sels liu, dy 't oars  
mei hiar op hiene, in hekel oan hiar kriegen. As se 't  
folk fen 't noarden better kend hiene, den hiene se  
licht ek better ïnsioen, dat se de hînsers alhiel for-

keard foar de wein sloegen om hier op in dûr hiar steande to halden. De tiden foroaren niunkelissen al. Us lieaven Hear strûpte de Fransen in de russise winter de goudglansige slangehûd ou. Hy, dy oars oeral for master opspritsen hie, kaem as in skoajer werom, en naem de tasflecht ta 't meilyen fen Dûtsklan, en dat krike de oerhan oer de grimmigte hate. Gjin ien woe de han onderhelje tsjin de man dy fen God slain wier; dat meilyen die 't forjitten hwet hy oars dûbeld en dwars fortsienne hie. Sa gau hie likwol de forklomme slange him net wer opkoestere in 't waerme bed, dat it meilyen for him spraet hie, of hy stiek ek sîn angel wer ût, en hy scoe wer nei alderwenst bigjinne. Mar de wrok tsjin de oerhearsker bigûn ek geande wei wer mear to arbeidsjen. It wachtwird waerd: „Opstan tsjin de menskeslachter!” Mar dat wachtwird wier gjin geröp fen in dei. Net in heap onbitochte balstiûrige jonge hiethollen, net it Janhagel op 'e striette makke der 't bigjin mei; né, de beste en forstannichste liu stapten by elkoar, net ta in biswarring mei mes en fenin, né, ta in foriening mei war en wird tsjin oandien gewelt. De alden sprieken it wird en de jongen bisorgen de war. Net iepenlik op 'e striette sloech de earste lôge omheech; ús folk haldt net fen fiûr op 'e striette, né, elk stookte dat stil in sîn eigen hûs oan; en de iene bûrman kaem by de oare en waerme him oan sîn gloede. Net as in fiûr fen spoennen en strie, dat op 't lest neat as in heap yeske efterlit, stüchde de liuchte lôge in de hichte; né, it folk fen 't noarden is in hird hout, dat langsum fiûr fettet, mar den ek

tige hiettet. En in dy tiid wieren alle germaenske lanstreken mei 'n oar ien greate un, dy to muk en stil inwindich, smeulde en gloerre, salang as de koallen tröchbarnd wierren en fry fen reek en flikkerlôge, do smieten wy us iser in dat gleane fiûr, en wy smeden us gewear en wapens der in, en de hate tsjin de Fransen wier de slipstien, dy makke se skerp, en hwet der ut foartkaem dat witte alle skoallebern, en as se 't net witte den is 't de plicht fen elke heit, om 't sin bern sa in to printsjen dat se 't hiar libben net wer forjitte.

In us lan rikke dy un ek, en de Fransen rûkten 't niunkelitsen al in 'e loft; hia fielden 't, by eltse foetstap, dat de grûn der se op marsearden onder hiar trille krekt as in weak en södsich field; hia moasten 't onderfine dat de oars sa folchsumme amteners en liu fen 't regear hiar oanwoannen om dwarstriedrich en hirdhearrich to wesen; hia seagen dat borgers en boeren dahuûdich bigûnen to wirden, en hia leyen hiar han swier op it lan. Dat wier nou 't middel net om de inerlike wrok ta bidarjen to bringen, it folk waerd jimmer onbrûksumer; de bifellen fen en for de Fransen waerden opsetlik forkeard forstien; hwet oars altiid gled fen 'e tried gien wier, waerd do in warreboel. Tai as in ielshûd dwarsbongele 't folk mei allerhanne listen en streken tsjin de Fransen; dy kriegen 't niunkelitsen in 'e rekken, dat hiar rîk hier wol ris gau in ein nimme koe, hia pakten in hwet se bigripe en bigrave koene, hwent de soldaet wist, dat sin officieren 't net better makken.

Sa gau as de algemiene útbarsting op 't lest kaem, hiene hia 't mogelik net forwachte; hiene se likwol de kinst forstien om op 'e gesichten to lësen, by foarbielde mar allenne in alde WITSE bakker sîn gesicht, do 't er by de mûnler sîn reau ût de skûrre weikomd wier en oer de onderdoar lai sîn pîpke to smoken en derby flibke en de Fransen sa nidich efternei seach: hia hiene er hiar for wachte de bôge sa stiif to spannen. Alteas de franse soldaet, dy der krekt foarby kaem en baes WITSE sîn piip mei 'n silveren dop twisken de tosken wei skoerde en derût in sîn oermoed bidaerd fierder smookte: hie den hirder makke dat er foart komd wier. Hwent de alde hie dy hoat oan sîn tosken sa gau net field, of hy kaem ta de doar ût setten, en grabbele sa 'n foege hansumme stien op en lei dy de Fransman in bîtsje onseast in 'e nekke, sa dat sîn kop en de pîptsjettel in 'e goate rollen. En krekt do minhear de baljuw mei sîn ploech frouliu op 't plein kaem, fleagen bakkersfytten en Fransen, en Fransen en bûrliu mei skerpe en mei stompe dingen op elkoar los, sa lang as er in officier twisken kaem en hiar skaette. Alde baes WITSE waerd mei in bloedrige kop nei 't riuchthûs sleept, hwent hy hie him oan de grande nasion forgrîpt, en as er al sei dat de grande nasion him oan sîn piip forgrîpt hie, dat holp him neat, hy moast mei.

Op 't riuchthûs siet de franse auditeur (krîchsriuchter) en hie alde FOKKE mûnler in 't forhear fen wegen de Fransman dy to siik rekke wier. De mantelsek mei 't jild lai op 'e tafel; de oerman TOLSMAN en de maire

wieren der by. De maire hie de skiednis, safier as er dy wist, alhiel nei wierheid forhelle, allenne dat de ûrwirkmaker op sîn bifel de Fransen bâng meitse matten hie, dat hied er forswige, hwent hy tocht ek sa: hwet scoe dat? De ûrwirkmaker scil 't sels wol sidse, of as er 't net seit, den mat er doch tröch jiffrou STELLINGWERF hiar tsiûchnis fry reitse. Mei de mûnler stie de saek likwol slimmer. Fen allen, dy mei in 'e saek bihelle wieren, hie hy de leste west, dy de Fransman sioen hie, hy hie him meinimme wollen nei de mûnle en de kerel wier net to sines. Hwet foar him spriek wier, dat er tige dronken west hie, en dat er ût frye wille it jild oerlevere hie, en dat ek it hinser fen de franse jager sonder omheljen fen him oanwiisd waerd, as steande in WITSE bakkers skûrre. Do er dy opgaven dien hie en ût de maire sîn freegjen îndachtich werden wier, dat sîn dronken wêsen him hwet helpe koe, jowch er der in freeslike en omstannige biskriuwing fen, en bleau er by, op alle fragen to antwirdsjen dat er fen neat wist, hwent hy hie echt dronken west; as likwol immen FREARK er nei freegje woe, dy moast alles witte.

Sa stie de saek, do bûten doar de slaggery mei WITSE bakker aan 'e gong rekke. De maire sprong ta de doar ût om to sjen hwet er geande wier, do kamen se der ek al mei baes WITSE aan, dy ôf en oan in pear knipen mei sîn liedsliu wiksele en for sîn „skelman! en dieven!” in pear „*bougres en sacrés*” in ruil werom krike. Nou, tröch dat hy ta de riuchtkamer insleept waerd, waerd it der gans in bitsje

roeriger ; hy skimpte en skold , en de maire hie drokte genoch om him mar heal en heal stil to kryen. „Min silveren pipedop , minhear RIPPERDA ; in erfskip fen min heit ! Hwet dîvel ! my dy sa mar foar min eagen ût de mûle to skoerren ! Hwet dîvel ! ben ik in Stoppelgeaster borger of net ?” — De Fransen tsiaffelen en sakeren der twisken in . De oerman TOLSMA wier der ût roan en de auditeur jowch bifel om de bakker to binn en , op 'e wein to smiten en mei to nimmen , it oare scoe him wol fine litte ; hy hie him aan de Fransen forgrïpt , en dat wier noch . Do kaem de maire foar 't liocht en sette him ût 'n oar , dat de bakker in earlik man wier , hy hie alle lesten dy him oplein waerden altyd willich dragen en hy hie him nou net tsjin 't franse regear forset , mar allenne tsjin in ondogense skobbert , of 't moast wêse dat de Fransen silveren pipedoppen nou ek al for oarlochslesten oanseagen . Dat makke de Fransman kitelhoannich , hy snaude de maire ta en makke him bigriplik , dat hy sels ek al net al to feilich wier . Minhear RIPPERDA wier in kribbige kerel , en as hy ienkear in ding as riucht insioen hie , wier er sa stüfkop dich as in echte Fries mar wêse ken . Hy wist wol , sei er , dat op dat stuit gjin earlik man in sin eigen lan feilich wier , hy for sin hölle likwol achte 't sin plicht om sin borgers by to stean in in earlike saek , en dat scoed er dwaen al wieren der ek safolle Fransen in 't lan dat men de baergen der mei meste koe . De Fransman skombekke fen grimmigens en prûste 't bifel der ût , om de maire dalik to arrestearjen en ût de keamer to bringen . Do dat oangean scoe , sprong

WITSE bakker foar de alde en skeat in kear twa mei : „Snaken ! en skobberts !” der twisken , en FOKKE mûnler wier der ek al by , om sîn fûsten en sîn mûlwirk gongber to meitsen ; mar do kaem de oerman TOLSMAN wer ïn , en do dy wîs waerd , hwet dat opskoer to bitsiutten hie , sei er : de bakker hie mei dy pipedop-storie gelik , hy hie der bûtendoar nei fornomd , en dat hele ding wier in bysaek ; mar dy bakker wier deselde man , dy dat jagershinser ïn sîn skûrre stean hie , en 't kaem him sa foar , dat er in moard ïn in great komplot bigien wier — en derby seach er de maire skerp aan — en dat scoe aan 't liocht , der forhalde hy sîn libben onder , en as 't hier der net út to kryen wier , den wist hy in plak , der scoe 't er wol út komme , en dat plak hiet STETTIN.

De maire en FOKKE mûnler en WITSE bakker waerden nou hietten om er út to gean en ïn in oare keamer ïn biwarring halden. En minhear de baljuw waerd binnen röppen. De alde hear kaem steil riuchtop en deftich , lik as dat for in earste amtener en in goed gewisse paste , mei sîn studentestok ïn 'e han der ïn . Ien fen de Fransen woe de doar efter him ta dwaen ; mar dat ging sa net : jiffrou STELLINGWERF treau hiar-sels stevich tröch de doar , en efter hiar oan krongen GRIET en LEEN ïn hiar breed farwetter der mei tröch , hwent hia woene ek net , sa 't se seijen , ta 'n spektakel foar de mensken , twisken al dy franse soldaten , ïn 't foarporteal stean , en jiffrou STELLINGWERF sei , do se tröch de doar wrotten kaem : „Masjeu Fransoas , pardoen ! Der minhear de baljuw

bliuwt, bliuw ik ek, hwent hy is mîn biskermer."

Do de alde hear der in kaem draide de oerman him om en seach ta 't fenster ut. De auditeur frege nou de baljuw tröch de tolk, hwa 't er wier en ho 't er hiet. „Ik ben de earste amtener in dit distrikt en mîn namme is JOCHUM WEBER,” en dermei lei er hoed en stok op in stoel. By de namme „JOCHUM WEBER” wier 't krekt as de franse oerman de earen opstieck, hy kearde him heal om en seach de alde hear oan, en 't wier as woed er him earne nei freegje, mar dat liet er doch en hy seach wer ta 't fenster ut.

Nou waerd it mînhear de baljuw bitsiût dat er sitten gean scoe. „Ik tankje,” sei er, „for mîn gemak ben 'k hier net komd, en in 't forhear to wêsen is for my sa 'n bûtenwenstige saek, dat ik dat net sittende ou-dwaen ken.” Hy forhelle, do er bifrege waerd, alles hwet er witte koe, fen de franse jager sin earste komst op 't slot ou oan. En, sa bislûtte er sin reden, as men 't de mûnler as in oertredding tarekkenje woe, dat hy meiholpen hie om de kerel dronken to meitsen, den stie hy sels for dy skild, hwent op sin forsïk hie baes FOKKE dat wirk op him nomd, en de mûnler stie onder sin orders. Do bigûn de auditeur haetlik to laitsen, en him tochte, dat wier kluchtich, dat de maire earst for sin bakker, en dat de baljuw nou for sin mûnler in 't plak stean woe. „En der laitse jy om?” frege de alde hear sa koelbloedich krekt as hied er FREARK-SIMMEL foar. „Is dat in Frankrik sa net? Benne in jimme lan de amteners allenne derfor om de liu it fel oer de nekke to heljen? Matte se hiar niet

În in riuchtfeardige saek bystean? En is dat net in riuchtfeardige saek as men ien in rover en skobbert, dy 't gewelt het, mei in pear flessen wîn fen 'e hals skout?" — Nou, dat wier wer poeske 't each ût. Rover en skobbert en in franse jager, dat wieren twa dingen dy hia net mei 'n oar oerien bringe koene, of better sein, net woene. De oerman hie him fen 't fenster ou omdraïd en gîng mei greate stappen efter de alde hear op en del, de auditeur spûn mei hirde wirden tsjin him op. De alde hear bleau bidaerd, hy gîng nei de tafel en helle ût de Fransman sîn mantel-sek in silveren leppel foar 't liocht; hy halde de auditeur dy leppel foar en sei: „Siuch hier ris, dit wapen! Ik ken dat, en ik ken de liu ek, dy dat wapen fiere. Dy soarte fen liu forkeapje hiar silveren leppels net, en nei mîn bigrip het in earlik soldaet hwet oars to dwaen as hannel in silveren leppels to drieuwen.” — Der wier nou net fôlle tsjin to sidsen, de auditeur makke sadwaende in bihindige sprong fen siden en kaem op de ûrwirkmaker en frege de alde hear, ho 't dy in in franse mondearing komd wier, en hwet dy de nachts op 't slot to dwaen hawn hie. „Der freegje jy my tofôlle,” sei de baljuw, „ik hab him dat net hietten, ik hab him allenne de jûns, do de mûnler mei de jager foarried, ût 'e flecht sioen, en dat er de nachts op 't slot bliuwn is, is tsjin mîn wille en witen bard.”

De auditeur like wol to merken dat mei de alde hear net fôlle oan to fangen wier; hy briek de saek ou en bitsjutte de baljuw, dat er hinne gean koe, mar dat

er in 't riuchthûs hie to bliuwen. „Best !” sei de alde hear en kearde him om. „Dus ta dat de saek ûtmakke is.”

Do er him omkearde om sîn hoed en stok to kryen, hie de franse oerman sîn stok in 'e han, en kipe op dy stok om, sa iwerich en doch sa wifeljend, krekt as dat immen in de krante sîn lotterynoemer fînt mei de heechste priis der op. En op dy stok wier ek sikerwier hwet to lêsen, hwent hy wier út de alde hear sin Freantsjerter studentetiid en de iene namme by de oare wier der op snyd. De baljuw seach him in amery oan, derop makke er him sa 'n heal en heal kompliment fen boppen del: „Mei jou wolnimen, mînhear oerman, mîn stok.” — De oerman skrilde sa 'n bîtsje biteutere, hy jowch him de stok, en do de alde hear út de keamer gîng, gîng hy him efternei. Jiffrou STELLINGWERF woe mînhear ek efternei en GRIET en LEEN makken der ek al tarissing ta; mar „Alt ! alt !” — rop de auditeur, en hwa der net út kamen, dat wieren de trye frouliu.

Jiffrou STELLINGWERF het nei dy tiid faek en dikwils dit forhear en hiar tastand derin forteld, en altiid makke se 't bigjin der mei, dat it hiar to moed west hie, krekt as hie se op 'e Stoppelgeaster toer stien, wils 't alle klokken, great en lits, hiar in de earen gonsen, en do mînhear de baljuw by hiar wei gien wier, do wier 't hiar west as dat er in wite dou ta 't kloksgat út flein wier, en hia hie him nei springe wollen op libben en steарren; mar dy kerel, dy se för in auditeur útskolden, hie hiar by de roksban beet halden. „En,”

liet se er den op folgje, „frou STAEL, ik ha wol in dosin fen dy auditeuren kend, dy minhear de baljuw allegearre leard het, en 't wieren allegearre frolike fügels; mar sa 'n bonte fügel, en sa 'n galgefügel as dy franse auditeur, wier der net by, hwent tink ris ta, vrou STAEL, de kerel hie in bonte livereirok oan, en de galge stie him op 't gesicht.”

It ging jissrou STELLINGWERF as in hopen earlike sie len; hia habbe in greate frese for in gefaer dat fen fierren driget, benne se der likwol earst midden in, den bortsje se der mei; hia benne lik as de miggen, de reek kenne se net fordrage, mar 't siür lokket hiar oan. Do se seach dat de bregge efter hiar oubritsen wier en dat de kniper op 'e skine kaem, do ging se nei foaren en op 't selde plak stean der minher de baljuw stien hie. „Hwent,” sei se esternei, „ik hie sioen, dat hy der permantich stien hie, en sin geast kaem oer my.”

De auditeur frege nou, hwet hia fen de úrwirkmaker wist? — „Ik wit fen him neat, as dat er in malle tael skopt, tsjin brea seit er „du pain” en tsjin wîn „du wein,” en dat is 't allegearre.” — Ho 't hy in in franse mondearing komd wier? — „Ik wit net ho 't er der in komt en 'k wit ek net ho 't er der uit komt, hy scil dat sa wol dwaen lik as de oare manliu allegearre.” — „Hwerom 't hy de jûns op 't slot komd wier? — „Op 't slot komme in hopen liu, en allegearre earlike liu, bihalven dy, dy de sjandarmes bringe, en as ik my deroer bikommerje scoe hwet dy allegearre in 't sin habbe, den koene se my wol

baljuw meitse, en minhear de baljuw koe den in 'e koken de boel opskeppe." — Hwerom de ûrwirk-maker dy jüns net nei hûs gien wier? — „Omdat it in waer wier, dat men gjin hûn bûten doar jeye scoene, lit stean in kristenmenske, en ik hald de man foarlopich for in kristen, howol for gjin opriuchten, hwent ik ha wol heard hy giet by nacht op 'e hasejacht — hwerom net by dei lik as oare liu?" — Hwerom hia doch de ûrwirkmaker to mûk in hiar keamer nomd hie? — Derop swige jiffrou STELLINGWERF stil, it bloed fleach hiar siedend nei de hölle oer de onbiskoftens fen dy franse kerel; dat wier de frage dy hiar op 'e flecht en op 'e riksouder driuwn hie. Mar do se in hiar freeslike binaudheid om in antwird socht kaem er help. GRIET BETTERDY en LEEN kamen út 'e hoeke en boarsten út: dat wieren lieagens! Dat wieren útkritene lieagens; en hia woene der op swarre. „Us jiffrou het by ús sliepen en dat scille wy tsjin minhear de baljuw sidse. En as 't sa scoe den koe 't om hiar part sin feart mar fleane." — Dat waerd in biuster op-skoer, en de auditeur hie 't nauerneed hwet in bidarjen krige, of hia brieken al wer los mei finnige reden, ta dat eindlings it hele selskip der út brocht waerd.

„Frou STAEL," sei jiffrou STELLINGWERF letter tsjin de weverinne, „jy witte 't, ik hab altiid in hekel hawn oan GRIET BETTERDY hiar rappe mûle, mar gjin engel út 'e himel koe my op dat amery better bystien ha, as hia mei hiar bekjen. Frou STAEL, in menske

mat in ding net to gau forachtsje, al is 't him by  
tiden lestich; hwa wit ho 't him yet fen tsienst wêse  
ken: der ta heart in goed mûlwirk, der bliuw ik  
by. En ik scil de faem er altiid om foar de eagen  
halde."

---

## TOALFTE HAEDSTIK.

HWEROM MÎNHEAR DE BALJUW EN DE FRANSE OERMAN ELKOAR  
HAST OM 'E HALS FLEIN WIEREN ; EN HWEROM MEFROU  
RIPPERDA DE BALJUW OAN 'E JAS LÔEK, EN DE  
KORSIKAENSKE LINTWIERM DE MAIRE EN MÎN-  
HEAR HARKEMA MEISLEEPE.

Do de baljuw ût de riuchtkeamer kaem, gîng er  
riuchtût en riuchtoan nei de keamer der mefrou RIP-  
PERDA siet, hwent hiar wennen in 't riuchthûs. Mefrou  
siet to nayen en hiar bern borten om hiar hinne; hwent  
hwet is sôkke bern in 'e wei? Hia likwol wier near-  
geastich en trurich; hia siet stil en like 't geraes net  
ienris to merken, dat de bern om hiar hinne makken.  
Hia wist yet neat fen de lestige boel, der hiar man in  
siet, hwent it wier sîn menear net om sîn swierrich-  
heden dalik to fortellen. Mar mei in goed froumenske  
is dat in ding op himsels; wit in tûke kerel in ding  
dalik op 'e sté, den wit in goed wûif al lang fen to-  
foaren it al hwet er in 'e loft is.

De alte hear kaem sadwaende by hiar in 'e keamer  
en sei : „Goen moarn mîn hertsje ! bern. Ho giet it  
jo ? Hwet in onrest mei al dat franse folk, net ? Né,

dat is sa!" — Mefrou rikte him de han ta; hwent hia halde fölle fen hiar earweardige omke, dy sa faek in ûre by hiar siet en mei wijsheid en foldedichheid de onderfiningen fen sîn grise hierren for hiar útskodde, en doch libben en frolik enoch wier om der nou en den in bîtsje snuf mank to stouen, as er fen sîn Freantsjerter studentetiid fortelde, hwet hy en sîn broer ALLE, mefrou RIPPERDA hiar heit, in de studentesosieteit wol útfierd hiene.

Frouliu bang to meitsen der halde de alde hear net fen, en inpleats fen oer al dat spil in de riuchtkeamer to praten, bigûn er lieaver oer 't minne waer, en hie 't krekt oer de wetterkûlen op 't plein foar 't riuchthûs, do de doar iepen dien waerd en de franse oerman der in kaem. Dy makke for mefrou in foech kompliment en gîng op de baljuw ta. De bern lieten hiar bortesgoed lidse en krûpten in de hirdshoeke op in bosk by 'n oar, krekt as de hinnen, as der in hawk in 'e loft is, en hia scille lichtwol tocht ha: „Hwet scil dit wirde?" Dat tocht mefrou fest ek, hwent hia seach de alde hear sa eangstich oan, om 't hy sa earnstich en donker bigûn to sjen, dat hia net fen him wend wier. De Fransman likwol kaem heel end al net fors oan; sîn toan fen praten wier bysondere friûnlik, do er de alde hear frege: „Mei jou wolnimmen, ik hearde krekt sa in de riuchtkeamer de namme WEBER; hiette jy WEBER?" — „JOCHUM HENDRIK WEBER," sei de alde hear en stie der sa riucht as in peal. — „Habbe jy net in broer dy ALLE DIRK hiet?" — „ALLE DIRK, abbekaet to Snits," sei de alde hear en forroerde gjin

lid. — „Minhear de baljuw!” sei de Fransman en rikte him beide hadden ta, lit ús forjtte hwet er fen 'e moarn twisken ús foarfallen is; wy bisteān elkoar neyer as jy tinke. Ik hab op jou stok in nāmme lēsen, dy my djiep in 't hert skriuwn stiet. Siuch hier mar: „RIENK TOLSMA.” — „En kenne jy dy man?” frege de alde hear, en 't wier krekt as der op sīn gesicht in helder moarnread opkaem. „Scoe 'k him net kenne?” sei de oerman, „it is mīn heit.” — „Man!” sei de alde hear, „man! hwet sidse jy der? hwet sidse jy der?” En hy treau de oerman in ein fen him ou en seach him in 'e eagen. „Jy in soan fen RIENK TOLSMA?” — „Ja, en hy het my faek en fōlle fen sīn beste friūnen forhelle, fen de beide WEBERS, fen de beide lange Snitsers.” — „Min lieave fanke!” rop de alde hear en kearde him om nei mefrou RIPPERDA, „fen hwa hab ik jo forteld, in hele boel forteld? Né, is 't net wier? Fen dy flinke Stellingwerver, fen RIENK TOLSMA!” — Mefrou knikte mei de hölle, hwent de alde hear hie sa hwet oan him dat hijar de triennen in 'e eagen brocht, en de bern krūpten ek út 'e hirdshoeke wei en waerden dr̄ister, en 't wier hijar to moed krekt as hijar neef thûs komd wier. „Jongkje, jongkje!” rop de alde hear, „ik hie dy kenne matten, as dy dealse franse mondearing.... Né, hou stil! dat woe 'k net sidse,” foege er der gau by, do er gewaer waerd, dat de oerman it bloed nei de hölle fleach. „Sids my ris, jongkerel, het jou heit dy heldere donker blaue eagen yette? Nou, hwette? Het er yet dat krûse brune hier? Nou hwette?” — „In kerel

as in lôge, fanke!" sei er tsjin mefrou RIPPERDA, „in kerel dy ûs lieaven Hear de manhaftigens op 'e foarhölle skriwn hie." — De officier sei him nou, de donkerblaue eagen hie sîn heit yet wol, mar 't brune hier wier al forblikt. — „Siker! siker!" sei de baljuw, „dat mât wol sa wêse; ALLE DIRK sîn hier is ek a skier. Mar nou, mîn jonge, gean nou mei my nei 't slot en bliuw in bîtsje by my ûtsenhûs. De Heare wit it, dit is de earste kear, dat ik in franse officier forsiikje om by my to bliuwen. Mar jy benne ek eigentlik gjin franse officier, jy benne in Fries. In soan fen RIENK TOLSMA ken net oars as in brave Fries wêse, mîn jonge," sei er en draide derby de eagen nei mefrou RIPPERDA; „né, is 't sa net!" — Mefrou seach wol, dat by de alde hear sîn praet de officier de iene kleur opging en de oare ou, hia knipeage him ta, mar dat holp net. En do er mei de leste frage hwet tichter by hiar kaem loek se hiar omke sunich oan 'e jas, dat er him stil halde scoe. Do draide er him efkes om en sei: „Fanke, hwerom lûke jy my oan 'e jas?" — Do wier 't mefrou hiar bar om read to wirden. De officier hie him onderwiles hwet bidarre, hy makke in ienfaldich komplement tsjin mefrou en sei earnstich en flink tsjin de alde hear: „For jou forsiik mat ik bitankje, hwent mei 'n healûre mat ik op mars. En hwet disse mondearing oangiet, dy jou net sinniget en ek net sinnigje ken, — dat wol ik graech tajaen — mar ik ken dy klean gjin oneare oandwaen, trôch se ûn de ûre sen 't gefaer ût to sjen. Jy sidse, ik ben in Fries, mîn heite soan mat in goede Fries wêse, —

en der ha je gelik oan ; mar dat ik in franse tsienst ben, dat is komd tröch omstannichheden, dy 'k jo sonder praten net sidse ken. Ik hab lang út Frîslan west en do 'k hier wer kaem fûn ik Frîslan oars as 't west hie. — Hwet my tröch de hölle en tröch 't hert gien is, dat is mîn saek, en as 'k der oer mei immen prate scoe, den koe dat mei nimmen as mîn heit wêse. For jo, as de beste friûn fen mîn heit út de jonge tiid, mat dit noch wêse ; it is al mear as 'k mîn libben tsjin in freamd menske oer disse saek ûtlitten ha."

De alte hear stie wiles foar him en seach him sterke in 'e eagen en sködhölle nou en den, mar do er seach, dat oer de oerman sîn tronie sa 'n riucht trouhertige earnst lai, do draide er sîn eagen nei in oar plak, en do de oerman ophalde fen praten, sei hy : „Dat is den in oare saek.” Hy draide 'm om nei mefrou RIPPERDA en sei : „Nou hwette ? De jongkerel het gelik. Spitich enoch, dat er gelik het.” Hy naem de officier by de han : „Mîn goede jonge friûn ; kenne jy hier siker net bliuwe ?” En do de oerman der by bleau dat dat siker wier net koe, sei de alte tsjin RIPPERDA's aldste jonge : „FREARK jonge, dou kenst al in boadskip dwaen ; ren nei NEANKE, nei mefrou de baljuwske, en sids tsjin hiar dat se hier komme mat, hier is in forblidende omstannichheid foarfallen, hearste, in forblidende omstannichheid. — Oars scoe se kjel wirde en hiar eangstich meitse,” sei er stjin mefrou RIPPERDA.

De jonge roan hwet er renne koe, nei 't slot, en 't dûrre net lang, do gîng mefrou de baljuwske nest him,

stil en stadich, lik as hiar mode wier, en de jonge tripke as in blaumieske om hiar hinne; hia moast mar op hiar iepenst wêse om him for hinsers en weinen to hoedsjen.

Do se trôch de bûrren gîngen makken de Fransen drok tarris sing ta de oumars, de hinsers wieren foar de kanonnen spand, en 't batteljon stie op 'e rige in 't gelid; 't wier to sjen dat it dalik losgean scoe. Mefrou de baljuwske gîng in 't riuchthûs, mar hia wier yet net fier in 'e gong op, do waerd se fen jiffrou STELLINGWERF en de beide fammen oanhalden, en ear 't se der erch in hie, stie se midden in dat tisebosk fen moardners en deaslagers, by WITSE bakker en DROZ en FOKKE mûnler, en elk forhelle hiar sîn saek, en by dat tisebosk kamen ek yet minhear DROZ sîn wiif en bern mei kleyen en skriemen, en vrou STAEL de weverinne; hia hie jiffrou STELLINGWERF fen esteren by de klean fette, en halde hiar, krekt as de alde jiffrou in 't wetter springe woe, en hia der for oppaste dat it sloof hiarsels net to kort die. WITSE bakker skeat nou en den yet ris in skeldwird op 'e Fransen ou, mar der wier mar 'n heal skot krûd mear in him, en do er it jammerjen fen de urwirkmaker sîn wiif hearde, kaem sîn eigen hûsgesin him in 't sin, en hy rop minhear RIPPERDA'S FREARK: „Ren hy gou ris nei mines, beste jonge, den scil er ek en sûkerkreakling ha, en röp ûs HANS en min dochter, STRUWINGA sîn wiif, en sids tsjin hiar, dat se hier komme, hwent de snaken ta Fransen scoene my nou ek wol ris meinimme kenne nei hiar skandalich lan, lik as se langlesten min fijjierrige brune dien ha.”

De jonge brocht dat boadskip oer en do er werom kaem mei bakkers HANS en STRUWINGA's wiif en in kreakling in 'e han, do stied er foar 't riuchthûs in wein mei FOKKE mûnlers neef HINDRIK, en de mûnlerske en FYKE der op, hwent de siandârmes hiene op 't lest doch de Grienterpster mûle fûn en hiene der it hiele nest ût helle.

Do gîng 't sen nys ou oan op in jammerjen en skriemen, en de ienichste dy hiar stil halde wier FYKE. Hia frege hiar heit sunich: „Ha jy 't jild oujown.” — Alde baes wiisde nei de riuchtkeamer en sei: „Der leit it.” — „Nou heit, ha den mar gjin noed, ús lieaven Hear scil jo net forlitte.”

Mînhear RIPPERDA hie in al dy tiid stil de gong op en del roan, 't like wol dat er inwindich net restich wier, hwent alle ameryen stied er stil en stiek de fingers tröch 't hier, as er dat gejammer fende frouliu oanhearde. Ienkear gîng er nei mînhear DROZ ta en sei: hy hie gjin noed to habben, for him stie 't sa slim net. Minhear DROZ knikte mei de hölle en sei: „Bon!” hy waerd wol in tomme greater, hy sette sîn iene foet foarût en woltomoed sîn iene han in 'e side.

Nou like wol alles sa fier klear to wesen, hwent de adjudant rop de oerman ût mefrou RIPPERDA hiar keamer, en do hy der ût kaem hied er fölle friûnlike tronie opset en gîng mei mînhear de baljuw by de gefangene liu lans, en jowch order dat jiffrou STELLINGWERF en de beide fammen in fryheid steld wirde scoene. En jiffrou STELLINGWERF dûkte trykear mei in knik onder

en sei: „Ik, bitankje jo heechlik, minhear oerman TOLSMA.” Minhear de baljuw krike sin wiif in 't foarmidden to sjen en makke hiar ek fry, en wiis 't hy hiar aan de oerman foarstelde en hiar forhelle, hwet er bard wier, kommandearre de adjudant: „Mars!” en FOKKE mûnler en WITSE bakker en minhear DROZ scoene der út brocht wirde. Mûnlers FYKE hie hiar heit by de earm fette en woe him net los litte, en do se mei gewelt fen him ouskoerd waerd, bleau hia alhiel bidaerd en sei: „Heit, hwer se jo ek hinne bringemeye, ik bliuw doch by jo.” Mei de alte bakker ging it lichter; hy slibke tryekear kort út, skeat in pear „skobberts!” op lik of ongelik in 'e loft, jowch HANS kortwei hwet aan 'e han oer 't wirk en ging ta de doar út. Mar mei de ûrwirkmaker wier 't slimmer, sin wiif en sin litse bern hingen aan him en jammeren in 't frisk en in 't fransk dat it in stien oangrise moast. Do koe minhear RIPPERDA 't net langer daye, hy stapte foarut en frege, hwerom de ûrwirkmaker gefangen weifertirde scoe. De man wier in oppassende borger, dy men neat gjin onskikliks to lest lidse koe. Dat er in nacht op 't slot slipt hie, koe nimmen him for kwea oanrekkenje, hwent minhear de oerman en minhear de adjudant hiene der ek slipt, en dat hy in franse mondearing aan hie wier natûrlik, omdat er onder de Fransen tsienne hie, en dat er dy nou en den oanteach koene de Fransen him net kwea nimme, mar wol goed, hwent de man biwiisde der mei dat er yet mei wille en nocht om dy tiid tocht, dat er dy klean as krîchsman dragen hie. — Hy hie de mondearing misbrukt, rop

de adjudant der twisken in. — Dat wier net wier, sei minhear RIPPERDA, dat wier gjin misbrûk, as immen him trôch in onskildige list rovers en skobberts fen 't liif kearde, en 't biwîs, dat se 't mei sôk folk to dwaen hawn hiene, lai in de franse jager sin mantelsek.

De adjudant seach minhear RIPPERDA nidich en grimmitich oan, krekt as er der sin oan hie om minhear mei sin degen ris toriuchte to setten. De oerman kaem er by mei in gesicht dat in freeslik swierwaer teikene, hy wiuwde mei de han dat de ûrwirkmaker weifieldirerde moast; mar minhear RIPPERDA, dy de borstels tige oerein stiene, sprong foar en rop: „Hou! de man is onskildich, en as hier ien skild het, den ben ik it, hwent op min hietten en bifel het de man dat stik útfierd. As hier ien arresteard direrde mat, den ben ik dat.” — „'t Ken wol direrde,” sei de oerman koel. „Lit dy man los en nim disse.” — „Min jonge, hwet dögge jy nou?” — „Min plicht, minhear baljuw,” sei de oerman en jowch him de han. „Ik winskje jo 't beste, minhear baljuw, min tiid is om!” Dermei ging er út 'e hûs.

De hele saek ging sa haestich ta, dat de measten der neat fen wisten hwet er geande wier. Foaral FREARK, minhear RIPPERDA's jongkje, bigriep er net fôlle fen, mar doch safolle wol, dat sin heit de mûle tofolle wille jown hie, en nou in 't tsiokwaer siet. Derom bigûn FREARK to skriemen en do DROZ sin bern de triennen fen de wangen droeggen, roanen sines der by del. Hy krong efter sin heit oan, do dy ta de doar út skoud waerd. De baljuw folge ek mei. „Minhear baljuw,”

sei de maire , „treastje jy mîn vrou. En FREARK ,” sei er tsjin sîn jongkje , „helje dou mîn hoed.” FREARK roan ïn ’e hûs en helle de hoed , en do er der mei kaem , tilde sîn heit him op , jowch him in tûtsje en lûstere him ïn ’t ear : „Sids tsjin mem , dat ik gau wer kom.”

Do ging de kliber der op ou , twa man foar en twa ester , en ïn ’e midden FOKKE mûnler , WITSE bakker en mînhear de maire. Do se ’t branspuithûske foarby kamen ging de doar op , en hwa kaem der út ? Min-hear HARKEMA , ek mei twa man , hwent de oerman fén de kanonriders hie him der foarlopich ïn opslute litten fen wegen it útknipen fen ’t boerefolk.

„Mîn ginst!” sei de maire , „mînhnar HARKEMA , hwet is dit mei jo ?” — „For ’t faderlan , mînhear maire ,” rop mînhear HARKEMA , „ik ha my mei jiffrou STELLING-WERF ïn in gearspanning inlitten , en nou sit ik beet , of eigentlik komt it trôch FOKKE mûnler sîn hinser en wein en de alde douhûdige boeren.” — Hia forhellen elkoar nou ïn ’t kort , ho ’t mei hiar gien wier , en mînhear HARKEMA ging mei sîn tryetût en sîn bonte krage sa permantich de bûrren lans , krekt as hy de hele boel to kommandearjen hie. Mînhear HARKEMA wier gjin bange kerel , hy wier net ïn ’t himd bibiten , mar hy biskôge dat as sîn greatste earedei , en krekt as wier er de nachts nei de rein twa tomme langer wûchsen , sa destich ging er de dik lans en seach nei alle kanten om de mensken goên dei de sidsen. Hy knipeage tsjin keapman KRIN ALES , de branmaster , dat er net forklappe moast hwet er wist , en hy lei de finger op ’e mûle

do er MONSE slachter foarby gîng, om him to bitsiutten  
dat er swye moast, en hy wier mar pas ta 't dorp  
ût, do forhelle de ald wever, BEARN STAEL!, aan elk en ien,  
dat de Fransen hiene minhear HARKEMA meinomd, omdat  
se in generael fen him meitse woene, mar dy oaren  
scoene allegearre wol ophinge wirde.

---

## TRETTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM FREARK SIMMEL ÌN 'E MODDER FOEL, EN BAUKE SKOENMAKER IEN MEI DE KOLF FEN 'N GEWEAR KRIGE, EN MÎNHEAR HARKEMA ALLE MÛNLEN ÌN 'T HELE LAN OP BARNE WOE, EN HWEROM DE KENING FEN PRÜSSEN ALTIID IN PLAK OAN SÌN TAFEL IEPEN HALDE FOR MÎNHEAR HARKEMA.

Do de gesangensliu ta 't dorp ût kamen, gingen se mei hiar twa man foar en twa man efter de alde wei op, — strietwegen wisten men hier do yet net fen, — en do se 't leech ein dik lans kamen, dat twisken twa beamwallen tröch ging en op 'e mûnlepôlle taroan, — dat de Stoppelgeaster it „hîngsterslopers-eintsje“ en ek wol it „earmen- en skonkens-einsje“ neamden, — do kommandearren de mannen fen de wacht: „halt!“ hwent fierder komme koene se ût noch ìn net. De hele kanonneboel siet ìn 'e weake dik en wier ìn 'e modder wei sakke, en as alle hînsers ût de hiele omkrite, dy der nou *net* wieren, der *al* west hiene, hia scoene dy ongelôksboel net ût de taye liem wei hise kend ha. Der sieten nou de Fransen en fûten-en sakkeren. De arbeiders ût de bûrren en ût de

neibyheid waerden mei lodden en skeppen der by helle,  
 en ferske hinsers waerden der opkommandearre, en onderwiles  
 reinde 't dat nimmen in droege tried oan 't lief halde. „FOKKE baes,” sei WITSE bakker, „hwet  
 is my dat in rein!” — „'t Wierret moai op 't simmerkoarn,” sei alde FOKKE, „as men mar goeds siedde  
 hiene.” — „Ik ken mîn himd al ûtwringe,” sei de bakker. — „En my renne swietwei de learsen al fol,”  
 sei de mûnler. „Minhear maire, gean hwet efter mîn mantel stean to skûljen,” sei minhear HARKEMA, en makke  
 him yet hwet breder as er ût sîn natûr al wier; „ik formeitse my er in dat disse Fransen allegearre ek  
 trôch ende wertrôch wiet wirde” Minhear RIPPERDA  
 ging efter de mantel stean, mar hy sei neat, hwent hy  
 hie hwet opmirken.

Boppe op 'e beamwal stiene in hele bulte liu, borgers,  
 arbeiders en fynten ût Stoppelgea, dy, ho 't ek reine  
 mocht, ût nysgiergens en ût meilyen efter de optochte  
 oan gien wieren, en twisken dy kliber glûpte FREARK  
 SIMMEL hinne en wer en forhelle oan de iene en de oare,  
 dy 't yet net wist, de hiele tadracht fen de saek. Do  
 minhear RIPPERDA him gewaer waerd, stied er by de  
 alte floreenontfanger NIKELS fen Jinsenbûrren, dy op in  
 hinser der komd wier, en nou wol mei de Fransen  
 moast, hwent oars scoene se sîn hinser grif for altiid  
 mei nimme. De ald ontfanger NIKELS wier in tige goede  
 friûn fen minhear RIPPERDA, en do FREARK SIMMEL him  
 forhelle ho 't de forke in 'e stalle siet, koe minhear  
 RIPPERDA klear sjen dat ontfanger him taknikte op in  
 menear dat er hwet efter stike, — en dat er de jonge

hwet in 't ear lûstere. FREARK SIMMEL stiek derop de hinnen in 'e bûsen en fluite hwet; hy fluite wils 't er by de beamwal opklantere en hy fluite wils 't er op in oar plak der wer by del ging, en do er omtrent aan onderen ta wier, heakke er sa bihindich efter de wirtel fen in ald wilgen beam, krekt as 't net oars koe, en strampele hiel natûrlik nei de gefangensliu ta, en do er ticht by minhear RIPPERDA wier, foel er in 'e modder, krekt as er 't net helpe koe. Minhear RIPPERDA pakte him beet en tilde him oerein. „Pas op dat hinser, minhear!” sei de jonge, en tagelik waerd er fen de Fransen der wei jage, en hy klantere wer by de beamwal op.

Wier minhear RIPPERDA soar dy tiid al healwei opmerksum op de ald ontfanger en de jonge, sa waerd er dat yette mear. Hy seach dat de alte NIKELS fen 't hinser ging, mei de karwats klapte en dy FREARK SIMMEL in 'e han jowch; hy seach ho de jonge bigûn it hinser hinne en wer to lieden, jimmer op en del, en op 't lest halde er efter in ald wilgenbeam stil, krekt as er der skûlje woe for de rein. Dermei jowch er minhear RIPPERDA in teiken, en minhear, dy efter minhear HARKEMA sîn brede rech forskûle stie, bearde dat er 't wetter fen sîn hoed skodsje woe, en wiuwde sa de jonge tryekear ta.

In lits poaske hie dat dûrre, do kaem der om 'e hoeke, der de Jinsenbûrster dik opdraide, in greate koets oanriden, der siet in generael in, dy de nachts by de hear op 't Jinsenbûrster slot in 't ketier west hie, en dy kaem de lege dik ek opriden, en do er by 't plak kaem der dy boel in 'e modder stikjen bleau,

do kaem er in disorder onder de soldaten, omdat se dy koets romte jaen moasten, en dat fornaem minhear RIPPERDA sa gau net, of hy spatte as in kûgel efter minhear HARKEMA's mantel wei op 'e side fen de koets, nei de beamwal ta efter de ald wilgenbeam, hy skoerde FREARK de karwats en teugels út 'e hadden, sprong op 't hinser en — in in omsjen wie 'r in ein foart.

„Feu ! feu l!” skraeuden de Fransen. „Knak ! knak !” seyen de hoannen, en „mis !” sei 't alde gewearslot, hwent it krûd wier sa wiet as de ald weverinne hiar koffitsiok. In lits ameryke wier 't, do de Stoppelgeasters hiar goede minhear RIPPERDA der sa op ou draven seagen, as se in 't sin hiene om him in lûd hûra! nei to röppen, en BAUKE skoenmaker bigûn al: „Lang libje minhear R...” do der him in franse gewearkolf twisken de skouders set waerd, dat er mar allenne dy wink to folgjen hie, om sa hird as er koe by de beamwal del to kommen. De oaren folgen him en in in omsjen wier de beamwal leech, op alde ontfanger NIKELS nei, dy tsjin in wilgenbeam aan stie en dea bidaerd sîn pîpke smookte. Hie nou gjin ien opmirken, dat hy op 't hinser wier, of hiene de Fransen goed enoch sioen, dat hy neat mei de hannel to dwaen hawn hie, om 't er in hiel ein fen sîn hinser ou stie? allike fôlle, der waerd neat tsjin him sein. De trye oare gefangensliu likwol kriegen dûbelde wachten, en waerden fen de lege dîk ou op 't frye field brocht, en derwei nei de alde kopmûnle, der se onder gean koene en 't sadwaende in bîtsje droeger ha.

Der sieten se nou mei de reggen nei elkoar ta op in

mûnlestien to praten. „For minhear RIPPERDA is 't goed,” sei baes WITSE, wils 't er de kaem út de bûse helle om sîn wiet hier hwet elteroer to kiemmen, „dat er op sa 'n wîse fry komd is, mar for ûs is 't slim, hwent nou misse wy 't roer sen 't skip. Hy hie ûs doch op 't lest yette wol fry krig.” — „Ja, baes WITSE,” sei FOKKE mûnler, „as 't net wol den wol 't net.” En hy knikte ontfanger NIKELS ta, dy ek onder de mûnle sitten gien wier. „Nou,” smiet minhear HARKEMA der twisken in, „baes WITSE, in riuchtsaken is RIPPERDA wol klear, dat wol 'k net ontstride; mar in oar lochsaken, hwet it militeariske oangiet, der het er him sîn libben net om bikkommere, der wit er krekt allike fölle fen as...as...” „As jy en ik, minhear HARKEMA,” sei FOKKE mûnler, sonder der fierder hwet by to tinken. „FOKKE mûnler,” sei minhear en stiek de hölle in ein heger, „elk praet oer himsels en net oer in oar. Hwetst dou derfen witste, dat hest leard sint jister neimiddei, hwent dou en de ald baljuw en de maire habbe ûs mei in de saek bitipele, en as ik er net twisken komd wier, den siet alde jiffrou STELLINGWERF hier ek op 'e stien to klappertöskjen. Hwet ik er sen wit dat scil ik dy gau hearre litte. Kenste JEEN wol?” — „Miene jy alte JEEN sen Fijfhusen, dy mîn wiif hiar potten en pannen krammet?” — „Ei hwet! JEEN TAMMES mien ik, dy tsjin-wirdich to Grins hûshaldt, 't is in sweager fen BATE KLOS fen Lîtsegea.” — „Né, dy man is my net bikkend.” — „Nou, harkje den ris. Dy selde JEEN TAMMES giet ienkear ris mei in student to Grins de striette lans, der komme se by in poarte, hy wiist nei boppen,

der het de godinne fen de oerwinning stien, mar dy habbe de Fransen meinomd, en hy freget de student, hwet tinkbielden derby in him opkomme. — „Neat,” seit dy. — „Flap!” der hied er ien oan 'e earen.” „Dat wier drist,” sei FOKKE mûnler. „Ja, mînhear,” sei WITSE Bakker, „my sit de han ek dîvekerse los, mar....” „Lit my doch útfortelle,” sei mînhear. „Oppronke biroerdling!” sei JEEN tsjin de student, do dy oer dy earpeuter lang net tofreden wier „dit is in oantinken for 't net tinnen. Dou hiest der by tinke matten, dat wy de oerwinningsgodinne út Parîs werom helje matte.” „Ja, mar...” sei WITSE bakker. — „Dat is den doch, mar...” sei de mûnler. Mînhear HARKEMA liet hiar net oan 't wird komme, hy sei tsjin de mûnler: „Nou freegje 'k dy, baes mûnler, aste disse mûnle sa oansiuchste, hwet tinkste den der by?” „Mînhear HARKEMA,” sei baes FOKKE, wils 't er oerein en in bitsje fen fierren stean gîng, — „jy wolle my doch sa net traktearje?” „Ik freegje allenne, baes FOKKE, hwet tinkste der by?” „Ja,” sei de mûnler en seach ris in 'e hichte, „hwet scil ik der allegearre by tinke? My tinct dat it in alde rînkrank is, en dat er fen 't maitiid nye roeden ha mat, en as de stiennen der boppe net better benne as disse, dy hier onder leit, den scille de Stoppelgeasters in deales bulle san mei hiar brea en stuten in 'e mage krye.” „Der heste wol gelik oan, alde kening,” sei de bakker. — „En der het hy gjin gelik oan,” rop mînhear HARKEMA; „as er riucht andwirdsje scild hie, den hied er sidse matten: de mûnle mat oustookt wirde. En hy scil ek ou-

stookt wîrde; alle mûnlen in 't hiele lan matte oustookt wîrde." — En dermei gîng er oerein en roan mei greate stappen om de mûnlestien hinne. — „Min lieave ginst noch ta!" sei baes FOKKE, „hwa scil dat skandael ûtfiere?" „Ik!" sei mînhear HARKEMA en sloech himsels foar 't borst, en gîng tichter nei de beide mannen ta, dy suver net wisten hwet hiar oerkaem, en lûstere hiar ta: „As de lanstorm ûtbrekt, den stekke wy alle mûnlen as fiûrbeakens in 'e bran; in fanael neamt men dat, en 't klearste biwîs dat jimme neat fen de 'oarloch bigripe, is, dat jimme net ienris witte hwet in fanael is." „Mînhear HARKEMA," sei FOKKE mûnler, „'t is my alhiel it selde, as dat in fanael of in kanael hiet, ik neam it in skandael, en dy 't hert in 'e hûd het om mîn mûnle in 'e bran to stekken, dy mat mar ouwachtsje hwet him oerkomt." „'t Wirdt dien ta heil fen 't faderlan," sei mînhear HARKEMA; „kenst dou, as 't sa fier komt, dîn mûnle fry skermje, den mast dat mar dwaen. — En nou freegje 'k jimme, het mînhear RIPPERDA wol de kennisse en de moed om in oarlochstiden sa to hanneljen as ik?" „Dat er mûnlen oustoke wol ha 'k him net sidsen heard," sei WITSE bakker, en hy kipe mînhear sahwet twifelriedich oan, krekt as er net wiste as dat gekheid of alde earnst wier. „Min lieave man, dou siuchst my oan as de kou de poarte, dou hest nîget oan my en tinskste: hwet scoe sa 'n Stoppelgeaster hearke? Hwet wit dy fen de krîchskinst? Min lieave WITSE baes, dou mingst dîn dai mei de fûsten in 'e baktroch, en ik ming mîn oerlidsingen in 'e kop. As se my

brûke woene for 't jinge der 'k mansk for ben, den stiûrden se my nei de kening fen Prûssen, en den sei 'k tsjin de man: „Sîn majesteit, jy moasten al efkes ûs lan forlosse fen de Fransen.” „Ja,” scoe hy derop sidse, „mînhear HARKEMA, ik ha 't jild tsjinwirdich dealse krap.” „Dat het neat om 'e hakken,” sids ik den, „dat is nen bean wîrdich, as jy my mar allenne folmacht jowe om to dwaen hwet ik wol — (*licentia poetica* hiet dat op 't latîn, baes FOKKE) — en in resiment fen jou gardegrenadiers.” „Dy scille jy habbe, mîn lieave man,” seit de kening. Den lit ik de hele Jodeboel út al sîn staten op 't slotplein in Berlin byien komme, biset it slot mei mîn gardegrenadiers en stel my oan 't haed fen ien kompany en marsear dermei op 't slotplein. „Benne jimme der nou allegearre?”, freegje ik de Joden. „Ja,” sidse hia. — „Wolle jimme nou frywillich” sids ik tsjin de Joden, „de helte fen jimme formogen op 't alter fen 't faderlan offerje?” „Dat kenne wy net,” seit de iene, „den benne wy ruweneearre.” „Wolle jimme of wolle jimme net?” freegje 'k. „Geef acht!” kommandearje 'k. „Mînhear,” seit in oaren, „nim den in fierdepart.” „Gjin stûr minder as de helt,” sids ik. „Maakt u vaardig!” „Wy wolle wol!” röppe de Joden „Moai!”, sids ik. „Gean den nou ien foar ien nei boppen, ne; de wite seale, der sit sîn majesteit de kening op 'e trone, en der leit elk sîn jild foar de treppen fen de trone.” — As hia allegearre boppe west ha gean ik nei boppen. „Nou,” sids ik, „Sîn majesteit, ho is 't nou?” „Oerûtte best, mîn beste mînhear HARKEMA,

sein er, „as 't oare nou ek mar klear wier.” „Dat scille wy wol krye,” sids ik, „as jy my mar in stik of twyntich resimenten hîngstefolk jowe en safolle kannonen as jy op dit stuit misse kenne.” „Dy scille jy habbe,” seit de keining. — „Moai!” sids ik, en marsear mei min soldaten op, jimmer oer fielden, oer hei-den en feangrûnen, en hald de flanken ditsen. En der bigjin ik de boel mei op to knappen, alle Fransen en Fransefriûnen hingje 'k op. „Genade!” röppen se. „Ge-nade,” sids ik, „der ken neat sen komme, der ha-jimme 't net nei makke.” „In 'e goedichheid, minhearn HARKEMA,” sei FOKKE mûnler, „praet jo sels en us net oan 'e galge; tink er om, as dy kerels der ris hwet sen forstiene.” „Dat wier de dîvel!” sei minhearn, en seach de Fransen by de rige lans oan, en do er seach dat hia gjin acht op him sloegen, sei er: „Dou bist in bange stakker, FOKKE mûnler. Dy kerels forsteaen gjin frisk. — Nou lik as 'k sei, dy 't fortsienne hie hinge 'k op, en ik kom in Hanover en fal himsels, de korsikaen ... nou, jimme witte wol hwa 'k mien — in de rêch. Dat oare is allegearre dommelius wirk; in de rêch fallen dat is de haedsaek. — In greate slach! fiftsientûsen gefangens! Hy stiûrt my in trompetter: „Wapenstilstan!” „Der ken neat sen komme,” sids ik, „for de aerdichheid benne wy hier net.” „Frede!” lit hy my sidse; — „Goed,” sids ik, „Rînlan, West-falen, Hollan, Elsas alhiel en trye fean Lotharingen.” „Dat ken 'k net dwaen,” seit er, „min broer mat der sen libje.” — Den mar wer voorwaarts! ik tsiuch riuchts op en bisorgje de rest oan Belgie en us lan’;

en onforwachte swai ik my lofts om. „Dat 's in d'vels wirk!” seit er, „der bringt it ongelok dy heislike kerel wer op m'n efterside!” „Eerste resiment grenadiers, felt 't geweer!” kommandearje 'k. De battery wirdt innomd. „Tweede resiment husaren voor!” — Hy weaget him mei s'in generalestaf to fier foarût, wip! der habbe de husaren him by de flarden. „Hier is m'n degen!” seit er. „Moai!” sids ik, „kom jy nou mar mei. En jimme, m'n jonges, kenne nou mar restich nei hûs gean; de saek is bisliuchte.” „Ik bring him nou, oan hannen en foetten bûn, foar de trone fen de keining fen Prûssen. „S'in majesteit,” sids ik, „hier is er.” „Minhear HARKEMA,” seit de keining, „hwet genade scil 'k jo biwîse? Freegje sels mar hwet.” „S'in majesteit,” sids ik, „bern hab ik net; wolle jy likwol my in deugd dwaen, jow den as 't jo bilieaft m'n frou, as ik út 'e tiid ben, in foech pensioentsje. Fierder scoe 'k graech de prins fen Oranje wer oan 't regeear fen ús lan sjen, en ik sels winskje stil wer nei hûs to gean om m'n alde bitsienning wer op to fetsjen.” „Krekt sa 't jy wolle,” seit de keining. „Mar onthald dit; as jy de iene of de oare tiid ris in Berlin komme, matte jy by my ite; oan m'n tafel scil altiid in plak for jo iepen halden wirde.” Ik meitse m'n kompliment, winskje s'in majesteit it beste, en reisgje wer nei hûs. „Dat is knap fen jo,” sei WITSE baker. „Mar hwet helpt ús dy hele moaje krichskinst? De saek is for diss' kear earsling to wrald komd. Jy habbe him net, hy het jo en ús derby, en as der goeds mei de hannen bûn foar de trone brocht wirde,

den benne wy dat. Ik leau, dat mînhear RIPPERDA grif de liepste fen ûs allegearre west het, hwent hy is nou al ût 'e reek en sit in 'e droechte, en ûs rattelje de tosken in 'e mûle, krekt as der mei 'n sek mei nuten sködde wirdt." „Ei hwet!" sei mînhear HARKEMA, „dat is gjin kinst, om sa foar allemans eagen ût to snyen. Né, mîn rie is, dat wy 't fînder oerlidse, mei in krichslist. Derom mat elk fen usen by himsels in pear krichslisten klear meitse; den kenne wy, as 't wêse mat, der ien ût siikje, dy ûs de beste taliket."

Alde FOKKE mûnler hie wiles gjin wird sein, hy seach, sa goed as dat in de rein woe, de mûnlepolle oer en de dik ût. „Mîn ginst!" sei er op 't lest, „dat is nou hast net mogelik. Dat is ommers krekt as mîn dochter FYKE en JOUKE FOKKES sîn soan HINDRIK der aan rideń komme."

---

## FIERTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM MÎNHEAR DE BALJUW MEI IN LEGE WASKKÖM FOAR  
MEFROU RIPPERDA STIE. HWET FYKE en HINDRIK WOENE;  
EN HWEROM FREARK SIMMEL MEI SÎN PRATEN NET FEN  
PAS KAEM.

Mefrou RIPPERDA hie 't al lang mirken, dat er hwet geande wier, dat net in 'e heak wier, en howol hia in bysondere heldere geast hie en in libbene foarstelling, dy hiar alles dalik foar de eagen brocht en in 't liocht stelde, sa hiene doch sukkeljen en lyen hiar der oan wend, om by hiar stik to bliuwen, en hiar dildich del to jaen onder alles hwet komme moast. Mar onwissens is by sa 'n gelegenheid tige slim, en hwet yet slimmer is, dat is de onmogelikheid, om út de onwissens en ta de kennis fen 't riuchte to kommen. Do hia 't lûde praten fen hiar man in 'e gong hearde en de heftige warden fen de Fransen en 't korte bifel fen de oerman, koe se wol sahwet bigripe hwet der barde, sonder dat hia de warden onderskiede koe. De eangstme sloech hiar aan en der wier gjin menske by hiar, en gjin ien hearde hiar skiljen. Hiar bihiplike

tastand en de bittere fieling, dat hia net helpe koe, en net stie op 't plak der se stean moast, aan de side fen hiar man, pakten hiar oan, en do de ald baljuw ta de keamer in kaem, lai se fen hiar sels en foar dea in hiar briedstoel.

De alde hear wier mei de moaiste treastspreuk ut Markus Aurelius op 'e lippen der in komd; mar do hy hiar tastand gewaer waerd, rekke er alhiel fen 'e streek en rop ien en oare kear: „Ho is 't nou? Min lieave sloof! Hwet skeelt jo? hwet skeelt jo?” De alde hear, dy oars net ut de falden to bringen wier, wier mei sin tinken gled ut de heakken en skroeven rekke, en hy hie allenne it tsiustere bigrip bihalden, dat er hwet oan dien wirde moast, en do **FREAK** skriemende in de keamer setten kaem, stie de alde, mei in waskkom der 'gjin wetter in wier, foar mefrou en 'rop: „Dit is doch in tige wonderlike saek!” — Einlings kamen, op 't skriemen fen de jonge, mefrou de baljuwske en jiffrou **STELLINGWERF** to help. De jonge wier by sin mem delfallen en 'rop jimmer oan: „Mem, lieave mem, hy komt wer; ik moast jo sidse, hy scoe hier gau wer komme!” Einlings en to lesten kaem hia wer ta bisinning; mar as 't earste al binaud west hie, nou waerd it alhiel in jammer.

Treastjen is 't maklikste wirk for immen, dy mei moaje reden, boppe 't hert ou, in treurig biwisen fen sin bileefdens jaen wol; mar 't is 't biswierlikste wirk, as immen sin hert, aan de ranne ta fol lieafde, in in oar hert, dat treast nedich het, utjiette wol, en derby fielt, dat al de lieafde dy men uterje ken, net noch

strekt om dat earme hert ta nye hope libben to meitsen; en dat biswierlike wirk wirdt in onmogelikheid, as immen aan sijn eigen treast net leaut. Mar Godtank! sa stie 't hier nou net. De trouste herten stiene de mem en hiar jongkje by, en 't slagge de alde hear en sijn goede vrou linkende wei mefrou RIPPERDA in hiar jammer hwet del to bedsjen, en as hia mar earst for treastgrûnen fetber wier, den hoefde 't der net oan to ontbrekken; hwent hie ien menske op 'e wrald treastgrûnen, den wier 't de alde hear baljuw, en for dat pas sparre er se net.

By FREARK slaggen de treastgrûnen minder, mar hy wier derom yet earder treastge as sijn mem. Jiffrou STELLINGWERF hie him op 'e skette nomd; onderwiles dat hiar de triennen oer de wangen rollen, makke se him de hearlikste ûtsichten op de moaiste appels, en dat die 't by him; in bernehert is gau treastge, en mat in beam in stevige rein ha, in gerske wirdt al opfrisse trôch hwet daudrippen.

Do de earste ontstelenisse foarby wier, kaem LÛTSEN eksteur in, om minhear de baljuw to sidsen, dat FOKKE mûnlers FYKE sen bûten foar de doar stie en minhear graech efkes sprekke woe. „Memke,” sei de alde hear tsjin sijn vrou, „dat is in braef fanke, dat wit ik grif; hia scil ek om hiar heit in noed en frese wêse; my tinct, wy matte hier mar hearre, hwet it earme sloof wol. Ho seit HORATIUS? *Est solamen miseris socios habuisse malorum.* Tonei scil 'k jo dat wol ris oersette. LÛTSEN, min goede man, lit dat fanke hier mar komme.”

FYKE kaem in. Hia wier in lits finliddich fanke, mar de sündheid lai op hiar frisse wangen, en as se op dat stuit al treurig foar hiar del seach, sa wier 't doch wol oan hiar to sjen, dat se by tiden de wrald wol blier oanlaitse koe. Hiar hele foarkommen wiisde 't ût, dat hia in alle dingen in bitoest fanke wier, dat hiar net mei praetsjes fen hiar stik bringe liet, en op hiar trouhertich gesicht wier to lësen, dat se hiar net mei in ondernimming inliet, as hia 't net for riucht en goed insioen hie. Hia hie oer hiar mûtse en eariser, om de rein, in read turkse doek bûn en stie sa ienfaldich in hiar streekte wol-in't-linnen rok foar de alde hear, dat hy him nei sîn frôu omdraide en heallûd sei: „Nou, hwette, NEANKE?” — Do FYKE him taknikt hie gîng se nei mefrou de baljuwske, nei mefrou RIPPERDA en nei jiffrou STELLINGWERF; hia knikte hiar ien for ien ta en jowch hiar elk in han.

„Minhear baljuw,” sei FYKE, „mîn heit en ûs bûrliu habbe altiid fölle goeds fen jo forteld, en derom ben ik sa drist, om in mîn nearichheid by jo to kommen.” „Hwet heste den wol op din hert, mîn famke?” frege de alde hear en lei hiar de han op 'e hölle. „Nou hwette?” „Minhear, ûs heit is onskildich,” sei hia werom en kipe de alde sa riucht mei fortrouen in 'e eagen. „Dat er dat is, wit ik, mîn famke,” sei de alde hear en knikte mei de hölle. — „En derom ha 'k ek gjin noed, dat er net gau fry komme scil,” sei FYKE. — „Hm! Ja! Dat wol sidse, it wier net mear as riucht. Mar in disse tiid giet gewelt foar riucht; en is 't al mei de beste wille in restige tiden for de mensken

biswierlik om de onskildige fen de skildige to onder-skieden, sa is dat in oarlochstiden yette biswierliker, binammen as de goede wille der net by is." „Der ha 'k gjin noed mei," foel FYKE him haestich in 'e reden, „fry mat ûs heit komme, en ek gau. Mar hy is in ald man, der ken him hwet oerkomme, en den het er gjin ien by him, derom wol ik him esternei." „Min famke," sei de alde hear en skodhölle, „dou bist jong, en soldaten benne rûge gasten, dat ken gjin treast for din heit wêse, as er dy in hiar selskip fornint." „Minhear, ik wol ek net allenne mei; min neef HINDRIK, dat is in soan sen min aldome Jouke FOKKES, dy wol mei my, en nou tocht ûs, as jy ûs in brief, op in menear as in frybrief, mei jowgen, den koe ûs neat oerkomme." „In frybrief?" sei de alde hear en skodhölle yette mear. „Min famke! dat folk scil om in frybrief fen de Stoppelgeaster baljuw neat jaen. — En doch hertsje!" en hy draide 'm om nei mefrou RIPPEREA, „as 'k hiar sa'n brief mei jowch oan de oerman TOLSMA; nou hwet seiste? — NEANKE, hy moast net in soan sen RIENK TOLSMA wêse, as er sa'n jong famke sonder biskerming liet. — En dou seiste," sa bigûn er wer tsjin FYKE, „din neef HINDRIK wol mei dy?" „Ja, minhear, hy stiet hier in 'e gong." „Rop him hier ris binnen!"

HINDRIK kaem in. Hy wier in stûre kerel, breed oer de skouders en slank in 'e mil, bleek fen eagen en liocht fen hier, ien fen dat slach, dy 't men by uses, as de fruchten tîdich benne, fen moarns fiif ure ou ont jûns niuggen ure ta, de sichte swayen siucht

krekt as 't in skriuwpinne is, der elk fen hiarren sìn  
 deiwirk mei dwaen mat. „En dou woest mei FYKE  
 gean?“ „Ja, mìnhear!“ „En dou wöst hiar bisker-  
 mer wèse en hiar net forlitte?“ „Ja, mìnhear, en ik  
 hab mìn hinser en wein hier, en nou tocht ik sa, as  
 dat Fransereau der neat tsjin hie, den koene de ge-  
 fangensliu mei FYKE ride, en den roan ik er by.“  
 „Minhear baljuw,“ rop mefrou RIPPERDA, „help him,  
 as 't jo bilieast ta sìn foarnimmen, dit is mogelikerwîse  
 de ienichste gelegenheid, dat ik mìn man it needwin-  
 dichste neistiuûre ken. Hy is ommers, krekt sa 't er  
 gong en stie, op 'e striette skoerd wirden, en dat in  
 dit waer!“ „'t Is wier, hertsje, 't is wier. Ja, ik  
 scil dy in brief skriuwe, FYKE. En NEANKE, de ald  
 münler is ek sonder fordruyng foart rekke, sorgje der  
 for. Mìn mantel, jiffrou STELLINGWERF, en ek in sliep-  
 mûtse, hwent ik wit, dat er dy folle draecht. En is  
 't net wier, hertsje,“ sei er tsjin mefrou RIPPERDA,  
 „for immen, dy him der ienkear ta wend het, is 't  
 slim as er der sonder mat.“ „FREARK,“ sei mefrou  
 de baljuwske tsjin 't jongkje, „ren gau ris hieroer nei  
 WITSE bakker's to freegjen as STRUWENGA en hiarre ek  
 hwet meijaen wolle for hiar heit.“

Do gîng it op in ïnpakken; in in omsjen wier dat  
 bisliuchte, en do alles op 'e wein lai, kamen STRUWINGA  
 en hiarre der yet oansiouen mei in bollekoer fol smarde  
 stûrske bollen en wirsten. FYKE siet al op 'e wein,  
 mìnhear de baljuw hie de brief klear, en do er dy  
 FYKE oerjown hie, rop er HINDRIK fen siden en sei:  
 „Dus dou bist JOUKE FOKKES sìn soan, dy mei demûn-

ler sa lang ïn 'e pleit sitten het ?" — „Ja, minhear baljuw, nim 't my net kwea, mar min heit wier ek hwet stiïfsinnich, en stie der fest op; mar ik ben om dy saek hier komd en 'k hab er ek al mei de mûnler oer praten en letter ek mei FYKE, en as ik min sin kry, den komt dy saek ïn 't lik." — „Min jonge," sei de alde hear en jowch him de han en skodde dy tige: „dou bifalst my. Mar fierder wol ik dy ek hwet sidse: dou hest de biskerming fen mûnlers FYKE op dy nomd; litste my dat fanke in hier krinke, kom my den net wer onder de eagen." — Dermei draide er him om en gîng by mefrou RIPPERDA ïn 'e keamer en sei: „In útmintend fanke is dat, hertsje!"

„Hwet sei minhear de baljuw tsjin dy ?" frege FYKE, do HINDRIK oan hiar side siet en de wein foart ried. „Och, hy praette mar hwet," sei HINDRIK. „Mar dou scitte keald skipje," liet er der op folgje en bitearde hiar ïn de alde hear sîn mantel, en do ried er sniedich ta de bûrren út.

Do se krekt bûten 't dorp wieren kamen hiar de Stoppelgeaster liu tomiette, dy yet in ein mei de Fransen en de gefangensliu gien wieren, foaroan fen sels FREARK SIMMEL. Hwet seach dy jonge der út! 't Mocht bikend stean dat er in hele dei op 't tichgelwirk ïn 'e klai arbeidde hie. „Minhear RIPPERDA is útstritsen!" rop er de wei lans. „Minhear RIPPERDA het op alde ontfanger NIKELS sîn brune de wîk spille. Ik hab him de knik jown en — foart wier er. „Hwet seiste, jonge ?" sei BAUKE skoenmakers wiif, dy oer de onderdoar nei hiar man útseach. „Ja, bûrwiif," sei de

brânmaster, keapman KRIN ALES, dy der oan kaem, „mînhear RIPPERDA is de dons ontsprongen, mar dîn man habbe se in oantinken jown; sied mar in bitsje roggenmoal mei saffraen, en lids him dat twisken de skouders, op 't plak der de Fransman him mei de gewearkolf kitele het.”

As diggeliûr gîng it nys trôch de bûrren: „Mînhear RIPPERDA het op ontfanger NIKELS sîn brune de Fransen de hakken sjen littien,” — en LÛTSEN eksteur kaem by mafrou in 'e keamer setten mei in gesicht, krekt as pinkstermoandei en peaskemoandei beide ta gelik komme scoene, en hy er for útkard wier om alle wille, dy op dy twa dagen de hele bisfolking fen Stoppelgea barre mocht, allenne to smeitsen. „Mafrou RIPPERDA!” rop er, „wird net kjel! — Mînhear baljuw, 't is hwet goeds! — 't Is hwet goeds, mafrou baljuwske! — Jiffrou STELLINGWERF, ho is 't mogelik! — Mînhear RIPPERDA is de Fransen ontkomd!” — Och, mîn lieave tiid, hwet jowch dat in opskoer. Mafrou RIPPERDA trille oan hanner en foetten; mînhear de baljuw forgeat sîn alderdom en sîn stelling; hy pakte de man by de krage en skodde him sa fûl as er koe: „LÛTSEN kerel, bitink hwetste dochste! Wy benne hier net geklik to moed.” — Mafrou de baljuwske gîng in noed en sorge nei mafrou RIPPERDA, en jiffrou STELLINGWERF siet stûr en stiif en sei: „Mei jou wolnimmen, mînhear baljuw, „as ik 't sidse mei: „Hy is in bisfynt!” „Mînhear baljuw! mînhear baljuw!” rop LÛTSEN en liet him skodsje, „leau my mar feilich; FREARK SIMMEL het it mei oansioen en het it my sein.”

„FREARK SIMMEL? Mîn FREARK SIMMEL?” frege de alde hear en liet eksteur los. — „Minhear baljuw,” sei jiffrou STELLINGWERF hiel bidest, „sa ’t de iene hiet siucht de oare der ût. FREARK SIMMEL en de wierheid siugge elkoar aan as de kûkût en de saunstierre.” „Hwer is de jonge?” frege de alde hear. — „Hy stiet hier op ’e gong,” sei LÛTSEN. — Mei greate stappen gîng’ de alde hear nei de keamersdoar en rop der ta ’n ût: „FREARK! FREARK SIMMEL, kom hier ris efkes!” — FREARK SIMMEL kaem. In sîn binnenste kampen twa gewelten: de nocht om sîn heldenstikken to fortellen, en de frese for in onwaer fen wegen dat er der sa smoarch ûtseach. De iene dreau him foarût en de oare halde him tobek, en ’t hied er hwet fen dat de iene riuchts en de oare lofts arbeidde; kortom hy kaem skean ta de doar in mei sîn skienste kant earst; hy hie likwol rîn rekken yette forkeard opteld, hwent hy forgeat derby, dat op sa’n wise sîn natûrlik swierte-punt, der er mei in de smoarge dik del komd wier, mefrou de baljuwske en jiffrou STELLINGWERF dalik foar de eagen komme moast. — „FREARK SIMMEL,” frege de alde hear, „hwet is my dit?” — FREARK, dy meast mei in soarte fen permantigens inkomd wier, liet de hölle hingje en seach sîn onderwirk oan. „Och neat, minhear baljuw, allenne in bitsje skienne modder.” „Lieave ginst!” rop mefrou de baljuwske, „hwet siucht dy jonge der ût! Hwa scil dat wer skien krye?” „Der matte GRIET en LEEN elk mei in hanskropper oer gear,” sei jiffrou STELLINGWERF hiel demmen. — „Jonge,” sei minhear de baljuw, „sids my nou in ienen de suvere

wierheid; is mînhear RIPPERDA op 'e flecht of net?" „Ja, mînhear baljuw," sei FREARK en seach wer in 'e hichte; „hy is hiar ontkomd." „Lieagens!" smiet jif-frou STELLINGWERF der oer hinne. „Ho ken ût sa'n smoarch fet de suvere wierheid komme?" „Fortel FREARK!" sei de alde. En FREARK fortelde.

't Komt faek foar in 'e wrald, dat immen tofölle eare bichelje wol, en dertröch ek de eare kwit rekket, dy him mei riucht takomt. Sa gîng it FREARK ek. Do hy der oan ta kaem om mei to delen hwet *hy* oan de saek dien hie, forhelle er sa omslachtich, biskreau er sîn natûrlik fallen sa fen stikje ta bîtsje en brûkte sa-fölle wirden om sîn died in in helder liocht to stellen, dat er yet lang net mei de storie oan 't ein wier, do LÛTSEN mei KRIN ALES der in kaem, en mînhear de baljuw dalik tsjin keapman KRIN bigûn: „Mîn lieve vrind, wat weet jou fan dé saak?" — Keapman KRIN sielde ût dy frage op 't stedsk, dat hy fen mînhear as in fetsoenlik man bihanle waerd, derom wier hy der op bitocht om him ek as in fetsoenlik man oan to stellen, en hy sei op sîn stedsk: „Ik heef et fan 't begin ta de end met ansien." Do forhelle hý den de saek wer fen foaren oan, en hwet FREARK SIMMEL der in dien hie, der repte er gjin wird fen; ta bislût sei er: „En so met een sprong menheer RIPPERDA achter menheer HARKEMA's mantel weg, doe loopte hy om de koetse-wagen hene, klantere fiks in de hoogte, sprong achter de holle wilgeboom, trekte FREARK met geweld de teugels ût de hannen, wipte in 't saal, en do er mar foelde dat er de brune onder him hadde, sneed er

pardoes der út so hard as er kon." „En de Fransen?" frege de alde hear. „Och, minhear baljuw, die waren half ferklûmd, en do se skiete wuden, ging er geen skot of, van wegen de nattichheid, derom wreekten se har op ons, onskuldige tockikers, en hewwe de skoenmaker BAUKE ROMKES met de kolf fan 't gewear tusken de skouders tramteard, en do namen wy allehaar hakken op en makken dat wy thûs kamen."

„Nou hertsje," rop de alde hear, „dy litse maire is in kerel dy klinkt as in klok, dat is in kerel sa fiks as in gewearslot, hertsje!" Mar hia, dy 't er dy warden taspriek, hearde him net. Mefrou RIPPERDA lai in hiar stoel en skriemde as in bern. En do de liu bigûnen tb praten fen nei hûs, do treau se de goede mefrou baljuwske hiar earm sa stiif tsjin hiar oan, krekt as se hiar der oan beet halde woe for de dûseling dy hiar oerfoel; mar do der op 't lest wissichheid kaem, dat hiar man sûn en goed it gefaer ontkomd wier, do roanen de triennen hiar oer, hia die hiar doek foar de eagen, en skriemde stil foar hiar hinne.

Wieren dat triennen fen bliidskip? Hwa wit it! Hwa ken sidse, hwer freugde en leed hiar skiede? hia spilje to wonderlik in 't menskehert trôch elkoar hinne; hia benne skearing en inslach, en wol him, by hwa út dy beide in fest webdoek foartkomt. De trien dy út swierrichheid ontstiet het allike goed sîn inslach fen hope, as de bliidskip-triennen hiar inslach fen frese. De foarbygiene eangstme oer hiar man en de frese for sîn takomst wieren biweefd in mefrou

**RIPPERDA** hiar tankbere fieling, en de trien dy sen hiar wangen dripte wier gjin suvere freugdetrien. Falt er oer en oer op ús ierde wol in suvere freugdetrien?

't Wier alhiel stil wurden, der sleach in engel tröch de keamer, in korte poas mar; de engels halde hiar net lang by ús op. Litse FREARK stie mei de hölle tsjin de brune steande klok oan, en harke skriemende nei 't tikjen sen de slinger; in lits poaske mar. De alde hear seach ta 't boppeste fenster ût in de skiere löft; de beide mefrouen skriemden en jissfrou STELLINGWERF ek; hia hie FREARK SIMMEL by de han krige, en by de leste wiukslach sen de engel sei hia: „FREARK mìn jonge, gean nei 't slot om dy to fordruyen; GRIET scil dy dîn sneinse klean jaen.” „En ik, minhear baljuw,” sei LÛTSEN, „scil nei Gielkamp gean, 'as keapman KRIN den sa goed wêse woe nei Pribbegea to gean, den koene wy minhear net misrenne.” — Dat woe keapman KRIN wol dwaen; de alde hear knikte, hy ging nei mefrou RIPPERDA, dy hiar jongkje nei hiar ta helle hie, en hy sei: „Jy en disse jonge habbe hioed oersfloedige reden om ús lieaven Hear to tankjen, hertsje!”

## FIFTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM DE OERMAN HIM BY FYKE HIAR REDEN OMDRAYE  
MOAST, EN HWEROM FYKE HIAR BY HINDRIK SİN REDEN  
OMDRAYE MOAST. HWEROM MİNHEAR HARKEMA OP 'E  
LITSE LIU OUJOWCH EN BAES MÜNLER WOL WOE DAT  
ER IN ROEK WIER.

Do FYKE mei HINDRIK by de mûnle polle kaem, fleagen  
haar eagen nei alle siden, en 't dûrre ek net lang,  
of hia hie haar heit en sîn selskip opmirken, sa 't se  
der onder de mûnle sieten. „Der is ûs heit,” sei se  
tsjin HINDRIK. „Nou,” sei HENDRIK, „den wolle wy hier  
riuchts sen de lege dik ou by dit bo lan lans nei de  
mûnle opride. Min scil 't wol gean, mar de lege dik  
is net lans to kommen, en dou kenst den doch ek mei  
din heit prate.” „Hou!” sei FYKE, „net riuchtsom,  
op e mûnle ta, lösts om maste oudraye; ik wol net  
mei him prate. — Lieave ginst! nou het er ûs al sioen,  
nou wiwt er.” „FYKE,” sei HINDRIK, „wils 't er  
ried sa 't hia sein hie, „hwet bitsiut dat? hwerom  
wost net by din heit wêse?” „Omdat ik him neat sen  
nut wêse ken, ear 't ik de brief bisorge hab. Hwa  
wit, ho 't de Fransen dat opnimme as ik mei him

praet. Der koe opskoer en stridery út ontsteān, en as wy op dy menear foar de oerman brocht waerden, scoe hy ús grif net mei friûnlike eagen oansjen. En den, hwerom scil ik min alde heit mei foarûtsichten onder de eagen komme, dy yet fier in 't field lidse? — For dit pas is 't noch, dat er wit, dat wy tichte by him benne."

Onderwiles wieren den nou ek de kanonnen út de lege dik los boarde en los graven, en de kliber wier wer in biweging. De gesangens-liu waerden op de iene side fen de lege dik lans kommedeard, en HENDRIK ried oan 'e oare kant, sa goed as er op alde NANNE sin bou foarût komme koe. FYKE seach nei de oerman út. „As 'k him siuch ken 'k him wol wer,” sei se tsjin HENDRIK; „hy het in goedlik gesicht, al seach er stûrsk en wreed, do er minhear RIPPERDA wei bringe liet.” — Sa kamen se de kanonnen foarby en forskate keppels Fransen, dy in de smoarge dik ombatsten, mar net hird foarût komme koene. Op 't lest, tichte by it herbergke de Brims seagen se de oerman, wils 't er mei in stik of hwet officieren stap foar stap foarût arbeidde. „HENDRIK,” sei FYKE, „jei hier hwet oan en hald op 't heech fen de terp stil, den wol 'k er der ou gean.”

Nou, dat waerd dien. Do de oerman der oan kaem, stie FYKE op 't gongpaed by de wei, hia roan him in pear stappen tomiette, hia rikte him de brief ta en sei: „Minhear, ik hab in brief for jo.” — De oerman halde stil, naem de brief en seach FYKE in bitsje forwondere oan. „Fen hwa, faem?” „Fen ús minhear

baljuw WEBER." — De oerman makke de brief iepen en lies; sijn gesicht bigûn er sa meilyich út to sjen, en do er de brief útléesen hie, bigûn er to sködhöljen. FYKE hie him mei de greateste eangstme oansioen, it andwird op de brief lies hia in de biwegings fen sijn tronie, en do hy sa trurich mei de hölle sködde, rollen hiar de heldere triennen út de eagen: „Minhear, it is mîn alde heit en ik ben sijn ienichst bern,” rop hia.

Hia hie alles to wrald sidse kend, de moaiste reden en de hearlikste bibelspreuken: neat hie sa 'n útwirking dien op de sterke man, as dy stikmannich warden op 't platboersk. Hy hie ek in alde heit en wier sijn ienichst bern. Sijn heit wenne op in great slot, mar in ienlikheid, ontfreden mei sijn folk en sijn faderlan. De tiid en de wrald hiene sa mannich stien twisken him en sijn ienichste soan smiten, dat it in brède wal warden wier, hwer oer hinne hia elkoar mar min forienigje koene. Misforstan en onfrede wier derût ontstien, en hwer dy benne, der oppert him ek in stille üren it gewisse. Ho faek hie sijn hert tsjin him spritsen: „'t Is din alde heit en dou bist sijn ienichst bern!” — Leed en wille, kanongebolder en oarlochsgeraes hiene dy stimme wol by tiden oerröppe kend; mar jimmer kaem 't bisarde plak fen sijn hert wer foar 't liocht, as in bloedrich plak op in keamersflier. For de earste kear hearde er dit wird útsprekken fen freamde lippen, for de earste kear in de sprake fen sijn bernetiid. 't Wier him krekt as der gjin forwît mear in dat wird lai, sa weak waerd it útspritsen, it klonk him sa seast in 't ear as in wird fen forjeffenisse, en sa 't er dat

goede fanke foar him stean seach, mei hiar bang bikommere gesicht, do waerd it him to waerm, hy moast him omdraye, en 't dûrre in tiidlang, ear 't er wer mei hiar prate koe. Einlings kaem er wer ta himsels en do sei er tsjin hiar mei al de hertlikheid dy ût sa'n eagenblik foart komt: „Min alderbest famke, fry litteken ik din heit net; mar 't scil wol komme. Dou en din li-asle ta din heit scille likwol net forgees by my oankloppe ha. Dou scitte tichte by him bliuwe, en hy scil op 'e wein mei dy ride. As wy to Leauerd komme tsienje dy den mar by my oan.” Dermei jowch er de nedige orders en praeette mei sîn officieren fierder.

HINDRIK kaem nou mei sîn wein neyer by, hy spronger ou en frege: „FYKE, ho is 't? — Mar hwet freegje 'k yette langer? Dou siuchst ommers ût din eagen krekt as 't hert dy op 'e tonge leit. Is 't nou wier of net: hy het de alte fry littten?” En hy sloech de earm om hiar hinne. „Kom FYKE, gean op 'e wein, der komt wer sa 'n kliber folk oan, der wolle wy hwet for ût 'e wei gean.” „Dy scille ûs neat dwaen,” sei FYKE, en hia gîng tichter by de sleat om de wei lans to sjen. „Frylitten het er him net, mar hy het it my onthietten. Ik scil by heit bliuwe, en hia scille mei my ride, en HINDRIK, dou kenst nou wol nei de mûnle gean om ûs mem by to stean.”

HINDRIK bûn de jaechline oan in wilgenbeam fest, hy dûkte him om 't gereid hwet to gaspjjen, en striek sîn iene hinser mei de han oer de gledde wiete rech. „Dou hest gelik, HINDRIK,” sei FYKE, „dou bist in noed oer din reau, om dat oaren oer to litten;

mar dat ken alde ontfanger NIKELS wol mei werom nimme, dy wol graech hwet for ûs dwaen, en hy is 't wol tabitroud." „FYKE,” sei HINDRIK, „mìn reau, der hab ik safolle noed net mei; mar ik tocht om dy en om 't jinge de alde hear baljuw tsjin my sei.” „Hwet wier dat?” frege hia. — „As ik dy in hier krinke liet, den moast ik him net wer onder de eagen komme. En FYKE, ik hab 't him onthietten, dat 'k for dy opkomme scoe to alle tiden. En do 'k him dat onthiet,” — en hy gîng nei hiar ta en krike hiar by de han en kipe hiar sa riucht earlik in 'e eagen, — „do wieren der yette twa by, dy habbe 't mei oanheard, en gjinien wist derfen as ik allenne; dat wier ûs lieaven Hear, FYKE, en mìn eigen hert.” — FYKE waerd sa read as in krael, en do hy sîn earm om hiar hinne sloech, wûn hia hiar der út: „Hier net, HINDRIK! Hioed net, HINDRIK! Lieave ginst noch ta! der komt ûs alde heit oan.” En dermei gîng hia by him wei, hiar heit tomiette, en HINDRIK stie stil as in beam by 't wintertiid, as de griene bledden oufallen benne en de fûgels net mear fen lieafde en wille in de toeken sionge. Do hia hiar likwol wer omdraide en wer by him werom kaem: „HINDRIK! HINDRIK!” en de heldere triennen hiar út de eagen skeaten; en do haestich wer op hiar heit ta gong, do skeat er bled by bled út de stille beam en lieten fen wille en lieafde klonken in sîn twîgen, en 't foarjier gîng in him op dat ienichste foarjier, dat trôch 't hele libben, in simmerhietme, in hearststorm en winterkeald foarhalde mat, as 't in riucht foarjier en in riucht libben is.

„FYKE,” rop alte FOKKE mûnler, „hwer komst dou wei?” — En do FYKE him om ’e hals foel en him mei triennen in ’e eagen de omstannichheden ût ’n oar sette, do kibbe de alte en sei: HINDRIK hie allénne komme kend, en dit wieren oangelegendheden der frouliu by wei bliuwe moasten. Mar minhear HARKEMA forklearre, fen sökke saken bigriep de mûnler gled nen bit, en FYKE hiar ïnsfal mei de wein wier sa moai, dat hy for himsels neat better bitinke kend hie; hwent hwet sin postpompieren learsen oangîng, dy waerden trôch BAUKE skoenmaker allenne for de riedsforgearringen makke, mar net for in pear ure geans op in friske kladik, in disse tiid fen ’t jier. En WITSE bakker, do ’t er praet hearde fen de koer mei worst en stûrske hollen, sloech er himsels op ’e mage en hy sei: FYKE wier sin lieave goudene, en al wier hy ien fen de liu, dy hiar knapsek altiid by hiar drage, sa foroaren doch de omstannichheden de saek, en by sök waer moast ek de beste bakkers-ûn ou en aan hwet opstookt wirde.

De franse sersant hie nou de mannen fen de wacht it bisel fen de oerman oerbrocht, en de gefangensliu gingen op ’e wein, der se ’t hiar sa waerm en maklik makken as se koene. Minhear HARKEMA eigene him de klean ta dy for minhear RIPPERDA mei komd wieren, om ’t hy as colléga der ’t neiste ta wier, en hy skimpte op de bihindige liu in ’t algemien en op minhear RIPPERDA in ’t bysonder. Fen de langte, sei er, woed er neat sidse, hwent dy koe gjinien himsels binimme of jaen; mar for in skiklike breedte koe elke forstanich menske op ’e tiid sorgje. „Siuch ris, baes WITSE,

dit mat in jas for in ûtwûchsen en fôlwûchsen menske hiette," — en dermei halde er mînhear RIPPERDA's jaske ta 'n spektakel in 'e hichte. — „Minhear," sei WITSE bakker, „stek jy fen foaren jou beide earmen in de mouen, sa dat mînhear RIPPERDA's rechstik op jou boarst komt to sitten; hier is yet in jas, den hingje 'k jo dy sen esteren om, sa meitse wy ut twa litse ien goeden; in menske mat him witte to bishelpen." — Nou, dat gîng oan, en mînhear HARKEMA hie folle fen in moaje fette oester, dy al in tiidlang omswalke het; ester en foar hied er in feste skulp, mar op 'e siden gappe er ou en oan ut elkoar. WITSE bakker fûn in alderwetsk siden skoudermanteltsje fen sîn wiifs, dy al lang dea wier, — dat wier mei keninesellen foerre en dy hing er fen bûten, hwent hy sei: om dat moaje siden goed wier 't in griis in sa 'n waer, mar de fallen koene der tsjin, hwent hy wist net better as de keninen roanen ek altiid mei 't hier fen bûten.

Dy twa wieren ridlik gau in 'e pakken; mar mei de mûnler gîng 't sa flot net, hy rekke in 'e war, hwent do er hearde, dat de mantel mei saun kragen, dy him tatocht wier, in eigendom bihearde oan mînhear de baljuw, do sloech de earbied en 't ontsach him oan, en hy makke komplimenten, krekt as de alde hear sels foar him stie, en hy mînhear earst ta de doar ingean litte woe; en foart dernei, krige er 't mei de oandwaning to pakken, omdat de alde hear om sîn needdrift tocht hie, en hy sei, hy wier dat lang net wurdich; en do FYKE him de iene moue oanlitsen hie, kaem 't him in 't sin, dat de liu him for in foarnaem man

oansjen scoene kenne. „En WITSE heite,” sei er tsjin de bakker, „as ik nou bigjin to praten, en as den de eselsearen boppe de saun kragen utkipje, hwet den?” „Ja, heite,” sei baes WITSE, „der hest gelik aan: út in baerge-ear is min libben gjin sidene jildpong to meitsen; mar dou kenst de smoel halde, en oars praet stedsk, dat kenst ommers.” „Ik ken 't wol,” sei de mûnler, „mar 't is der ek nei,” en hy gîng op de foarste bank sitten.

Do sieten se allegearre, allenne HINDRIK net. „HINDRIK,” sei FOKKE mûnler, „ho nou? Dou kenst doch wol op din eigen wein to sitten komme. FYKE, skik hwet op en meitse in plak rom for din neef.” — Mar dat woe HINDRIK net lye, hy sloech FYKE in hingstedek om 'e skonken en sei: hy scoe wol gean. Hy gong, en do 't er der sa gong en hier en der oer in greppel sprong en den werom, altiid foarop, dat er FYKE in 'e eagen kipje koe, sei FOKKE mûnler: „Minhear HARKEMA, 't is min neef, JOUKE FOKKES sin soan; is 't net in flinke fint?” — En minhear HARKEMA sei: „Dat is er, baes FOKKE, hy is in gnappe kerel.” — En WITSE bakker sei: „Hy is in tichte kerel.” — FYKE sei neat; mar hia tocht: „Hy is in goede kerel en in troue kerel, en hia hie moglik yet mear fen him tocht; mar HINDRIK bleau in ienen op in stuit by hiar stean en seach hiar sa friûnlîk aan en frege, as se ek kald waerd: do wier 't mei 't tinken dien; hia jowch him de han en sei: „Fiel min han mar, ik ben goed waerm.”

**Baes WITSE taeste in de koer mei worst en bollen**

en jowch der elk hwet fen, en do minhear HARKEMA biuster fen de hearlike stûrske bollen spriek, sei de ald bakker by himsels: „Wel dy rakkert! oars nint er alles fen GEALE; mar nou 't er oars net krye ken, is de âle ek ia fûgel.” — Minhear HARKEMA bûchde him nei de bakker oer en lûstere him heallûd in 'e earen: „Baes WITSE, hier foar ûs ha wy *de Brims*, en as de tsienners fen de korsikaense twingnagel yet in spoar fen menskelike fieling in hiar bast habbe, den matte se der neat tsjin habbe, as wy ûs der fen alde JAN HAKKE, by ûs stûrske bollen, in slok skinke litte.” — Derby hied er likwol sîn bolle efkes út de oandacht forlern en hie dy mei de worst sa 'n bitsje oer de sidberrie hinne halden. Op in stuit fielder er, dat der hwet twisken sîn fingers grabbele waerd, en do er omseach, ontdiek er, dat de iene fen de korsikaenske tsienners krekt in sîn worst en sîn bolle biet, en do hy mei hirde warden tsjin sa 'n iepenbiere onbiskoftens ûtfalle woe, taeste in oare sakkereminter oer 't esterkret hinne en fierde himsels de hele koer mei foarrie tomiette. — „Der is gjin rie ta!” rop minhear HARKEMA, „sa min hie 'k my de tastand fen ûs faderlan doch yet net foarsteld.” „Gemiene skobberts!” skeat baes WITSE wer los, en de mûnler, dy mende, hie in de baljuw sîn waerme mantel sîn tastand sa gled forgotten, dat er de swipe al optilde, om de Fransen ris to traktearjen, do FYKE him by de earm pakte: „Lieave ginst! heit, hwet wolle jy nou?” „Hou ja!” sei de mûnler en bikoarre him, „FYKE dou hest al wer gelik,” en hy draide 'm om nei de Fransen en sei:

„Nim 't net kwea, hearen, ik die dat sa mar ris.”

Nou, hia namen 't, uterlik to sjen, ek net kwea en eten tige smaeklik in de worst en stuten om, dat minhear HARKEMA fen ergernisse en ouginst de gest en de galle in de lege mage opfleach, en hiar allegearre hiar tastand wer in 't sin kaem, dy se op de waerme nochlike wein in tiid lang forgotten hiene. Hia rieden sadwaende in de disenige jün nei Leauerd, en op 't plak der krekt sa de bollekoer stien hie, tsjin 't esterkret oan, der wier nou de noed en de sorch en de trurigens opsteapele, dy lüsteren hiar alderhanne binaude stories in de earen; en do der ienkear in flecht roeken oer hiar hinne fleach sei minhear HARKEMA; „Och, hwet noed en sorch ha jimme? jimme kenne laitse!” En de bakker sei: „Dy jowe gjin hier en gjin bilesing.” En de ald mûnler suchte en sei: „Ik woe wol dat 'k in roek wier.”

Mar in twa herten fûn de sorch gjin plak. Der wier de lieafde inkomd mei hiar hofsteat fen stille winsken, hope en fortrouen; en de stille winsken roanen as flinke breidsisters tröch 't hele hûs en wisken it stof fen de tafel en de banken, en namen de fensters ou, dat men der fier ta 'n út sjen koene in 't moaje libbenslan, en dekten de tafel in de heldere seale, en makken 't bed op in 'e stille keamer, en hingen frisse kransen fen leaf en blommen aan doar en finsters, en oan 'e mûrre bliere bonte printen. En de hope stiek hiar tûsen liochten op, en ging to mûk stil in in hoekje sitten, krekt as hia 't net west hie mar hiar stiffsister de wirklikheid, dy dat dien hie. En 't fortrouuen stie

by de doar en liet nimmen der in, dy gjin brillofts-klaed aan hie, en sei tsjin de sorch, do dy nei FYKE frege: „Gean dou din wegen, de ald mûnler donset op ûs brilloft,” — en sei tsjin de swierrichheid, do dy nei HINDRIK frege: „Gean dou din paed, ’t is allegearre in ’e heak.”

---

## SECHSTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM IK MÛNLERS FRÈARK EN GJIN PRINSESSE TRÖCH '1  
GIELKAMPSTER BOSK STIÜR; HWEROM FREARK TSJIN DE  
DORPRIUCHTER BETTERDY SKOANHEIT SEIT, HWEROM HY  
DE HÛN ÛT IT HOK LOKKET, EN HWEROM LÛTSEN  
EKSTEUR OM SÎN EIGEN BEARSKIP LAKET.

As ien fen de jonge jiffers, dy dit boek komme to lësen, hiar der oan steure mochte, dat dit haedstik oanfangt mei in mûnlersfynt en net mei in prinsesse, den mat hia bitinke, dat er hiel end al gjin prinsessen wêse koene, as der gjin mûnlersfynten wieren, en dat op in hopen plakken in mûnlersfynt mear wirdich is as in prinsesse, by foarbielde op dit stuit for my. Hwent as ik de franse jager wer fange wol, den ken ik doch gjin prinsesse mei in krineline en patistmûs-linen skoentsjes, by wiet waer en smoarge wegen, tröch 't Gielkampster bosk him efternei stiûre; derta past in mûnlersfynt fölle better, en foaral FOKKE mûnlers FREARK.

„Dealehael,” sei FREARK, do er de Fransman sîn foetprint neigong, „as de Fransman twisken hierre en Grîswald to finen is, foar 't liocht komme scil er.”

FREARK spoarde sadwaende de jager nei, tröch 't

Stoppelgeaster boppebosk en tröch 't Gielkampster bosk,  
en kaem sa op de Gielkampster dik; mar der wier 't  
al mis, der hie de üle sitten, en sporen wieren der  
net. Wier de kerel losts of riuchts gien? In tiidlang  
stied er der as malle JAN in 'e hinnen; al gau likwol  
waerden sîn tinkbielden smedich, en hy sei in himsels:  
„As de kerel nei Stoppelgea gien wier, den scoe 'k  
him dat for kleare bare onforstan tarekkenje. Né, de  
rakkert is nei Gielkamp gien.” — En hy gîng him nei.

To Gielkamp stie FEYEboer by sîn hiemshikke en  
smiet stiennen as menskehollen in de gattige dik; dat  
neamden se destiids op in hopen plakken in Frîslan  
weiforbetterjen. „Goe moarn, FEYE! ha jy hier fen 'e  
moarn ek in Fransman rennen sioen?” frege FREARK. —  
„In Fransman?” frege FEYE. — „Ja,” seit FREARK,  
„in franse jager.” „In jager?” frege FEYE. — „Ja,  
in in griene mondearing,” seit FREARK. — „Op 't hîn-  
ser?” frege FEYE. — „Né, to foet,” seit FREARK. —  
„Hwet scoe dy?” frege FEYE. — „Hwet dy scoe?”  
frege FREARK. „Neat scoed er; ik woe mar efkes  
m  i him prate.” „Hwet hest dou mei in Fransman to  
praten?” „Dealehael!” sei FREARK, „hwet hest dou  
der nei to freegjen? Ik freegje mar allenne as jy de  
kerel sioen ha.” „In in griene mondearing?” freget  
FEYE. — „Ja,” seit FREARK. — „Mei in sjako op?”  
seit FEYE. — „Né, mei de bleate h  olle.” „Mei de  
bleate h  olle? En dat fen 'e moarn in dy rein?” „Ja,  
hearst net hwet ik 'sids!” rop FREARK nidich. „Sids  
my doch ast de kerel sioen h  este?” „Wachtsje efkes.  
Benne wy hioed gjin tongersdei?” „Ja,” seit FREARK. —

„Né, hioed net; mar moandei,” sei FEYE. „Do wieren hier goeds; mar mei blauwe mondearings en den op 't hinser, en hioed is ús SIMMEK mei hinsers nei Stoppelgea, om kanonnen to rideń. „FEYE,” sei FREARK, „dy hinsers moasten jy net nei Stoppelgea gean litten ha, dy koene jy sels better brûke, foaral as jy in menske andwird jaen scille.” „Ho dat sa?” freget FEYE. — „En den, FEYE,” seit FREARK, „den wit ik yet in goed esfear for jo; jy koene wol kreeften nei Amsterdam driuwe; in man as jy komt der grif mei foarút.” „Ho mienst dat?” freget FEYE forheard. — „Och, dat sids ik sa mar,” seit FREARK. „En nou sids ik jo goe moarn, FEYE. En as de Fransman komt, der ik om siikje, sids him den, dat ik sein hab, dou hest sein, din beppe hie dy forteld, as hy sei, hwet hia sei, moast dou tsjin him sidse, dat er net tsjin dy sidse moast fen skieppekop. — 't Giet jo goed, FEYE!” Hwette?” seit FEYE en siucht him nei, wils 't er it dorp lans giet, en drait in stien fen in pûn of tritich in 'e hânnen om, „hwette? hy het sein, ik hie sein? — Hwette? — Dou hest sein, moast ik sidse, hy moast net tsjin my sidse fen skieppekop? Hwette?” En hy nimt de stien en smít him mei alle gewelt by de oare. „Heislike gekoanstekker! Sa is dy fint altiid.”

FREARK gîng fierder; de alde dorpriuchter HANS BETTERDY stie oer de doar to sjen. „Ha jy hier fen 'e moarn ek in Fransman gean sioen, HANS?” „In Fransman?” freget HANS. „Nou, dy siucht men hier tsjinxwirdich sa gau ris; mar fen 'e moarn, seiste?” „Nou kom, nou bigjinne jy ek yet to freegjen!” seit FREARK.

„Ik wol jo lieaver de skiednis fortelle, dat scil fölle better wêse.” — Hy forhelle nou sa en sa, en by ‘t slot sei er: „En der wer komme mat er!” „Dat mat er, FREARK,” sei HANS. „En ik scil mei dy gean, hwent ik ben ommers ek ta sök ding oansteld, en ûs mînhear baljuw sei kortlîn yet tsjin my: „HANS BETTERDY,” sei er, „op jo rest alles in Gielkamp,” en jowch my in bôge biskriuwn pompier en sei: „disse saek is pressant.” — Nou, ik liet my dat fen eksteur foarlëse, en do er ‘t klear hie sei er: „BETTERDY, dy saek het nou haest.” „Né,” sei ’k, „dat wit ik better, mînhear de baljuw het tsjin my sein, de saek is pressant, en as hy dat foarhinme tsjin my sei, den wachte ’k altiid yet wol goed fiouer wike, en den kaem ’k altiid yet ear enoch.” En sa kaem ‘t disse leste kear ek. Mar FREARK, din saek is net pressant, dy het haest. Ik scil yet gau efkes mîn hoed opsette, en den matte wy mar der op los.”

Dat die de man en hia gîngen. Do se bûten ‘t dorp kamen sei HANS: „FREARK, mîn soan JAN, dou kenst dy jonge wol, hy is nou in ‘t sechstsien, en ’k ha tocht, ik woe him yet sa in jier for los wirk omrenne litte — dy is nou oan ‘t skieppehoeden op ‘e roggestoppel — hwent siuchste, ik tocht sa: dou hest it foer krap, en in disse tiid fen ‘t jier sükje se al gau in miel iten op ‘t field, en sa jage ’k se der út — siuch, dy jonge ken moglik de kerel sioen habbe.” Hia fregen JAN der nei en de jonge hie wrîchtich de kerel sioen; hy wier op nei Pinwerd gien. To Pinwerd gîngen se by de skoalmaster aan en fregen, as er gjin

Fransman sioen hie. Dy skoalmaster hiet Mosk; mar hia neamden him altiid FINK; sommigen seyen, om 't er sa moai sionge koe, oaren, om 't er altiid oer hikken en stekken koe en mei elk en ien in hopen grappen hie. De ald dorpriuchter liet him ek wrichtich fen de FINK foar de krode ride; mar FREARK seach gau ho let as 't wier, en do er opmirk, dat de FINK tsjin sijn wiif knipeage, dat hia mei him ien line lûke scoe, do tocht er: Wacht, ik scil jinme ris to fiter ha! Hy stie op en sei: hy woe efter in 'e koken de piip efkes aanstekke.

De FINK praeitte nou de alde dorpriuchter allerhanne brike stikken foar, en do HANS aan 't wird kaem en frege, as hy de Fransman net sioen hie, do sei de FINK: „Né,” en sijn wiif sei ek: „Né.” — Wils 't hia nou de ald man sa hwet op 'e moue spealden, kaem FREARK wer in en sei: „Frou, der ester is fest hwet foarfallen, hwent de iene stok mei worst leit op 'e grûn.” — De vrou roan ta de keamer út en kaem werom mei de stok meiworsten en rop: „Sich my dat ris oan! Dat ha wy der fen; dy deals kerel het ús in worst ontstellen.” „Hokker kerel?” frege FREARK. — „Dy Fransman, der jimme nei freegje.” „Jawol! den het er hier ommers doch west,” sei FREARK. — „Jawis het er hier west, en master het him yet in súpke en stikken iten jown, en het him 't paed wiisd nei Daemsein. — „Nou, den it beste!” sei FREARK. „Kom mar HANS! Mear wolle wy ommers neat witte.”

„HANS BETTERDY,” sei FREARK, do se in ein fen Pinwerd en de FINK ou wieren, „jy benne doch in soarte

fen in riuchtspersoan, jy scille wol witte hwet straffe  
 der eigentlik stiet op 't stellen fen in worst." „Ja,  
**FREARK**,” sei de dorpriuchter, „mei worst ben ik op  
 dy menear net bikend; hwet er op in side spek stiet,  
 dat wit ik wol, hwent do dy alte kwelse **SIBE** skoen-  
 maker my ien út de stookhutte helle hie, liet minhear  
 de baljuw him fiertsien dagen sitte, en boppedien krike  
 er yet hwet op sijn baitsje,” „Dat wier just net slim,”  
 sei **FREARK**, hwent as immen der nei birekkent, hwet  
 er op in worst komt, den is 't in binaud bitsje.” „Ho  
 dat sa?” „Nou **HANS**, sids my ris, as jy saun baer-  
 gen slachtsje, hofolle siden spek krye jy den?” „Fier-  
 tsien,” sei **HANS**. „Dat is net wier,” sei **FREARK**, „jy  
 krye mar trettsien, hwent fen de iene komt worst.”  
 „Der hest dou gelik oan,” sei **HANS**. — „En hofolle  
 worst makket jou wiif wol fen saun baergen? Altüid  
 wol in stik of tritich; sadwaende komme er tritich  
 worsten op in side spek, en op ien worst kaem sa-  
 dwaende op sijn heechst in heale dei en in heale slach;  
 en dat forklearje ik for in earlik en genedich riucht.  
 En jy kenne my hier dalik op 'e farske died in heale  
 slach in 'e nekke jaen, en de heale dei wol ik takomme  
 sneinneimidei in jou hûs in de hirdshoeke sitte. Hwent  
 siugge jy wol! Ik hab de **FINK** in worst ontstellen.”  
 „Hwette? Dy pleaget, leau 'k, de dîvel!” sei **HANS**. —  
 „Hy net, mar de honger,” sei **FREARK** en helle de  
 worst út de bûse en snyde er in ein ou. „**HANS**, hier!  
 dy worst is goed, dy ken men sonder brea ite.”  
 „Né,” sei **HANS**, „mei stellen goed wol 'k neat to-  
 dwaen ha.” „Hwet sidse jy? stellen? frege **FREARK**.

„Dit is in *foerresearing*, lik as wy onder tsienst seyen, of in *mondroof*, lik as jimme sidse. En HANS, jy habbe doch fest ek faek enoch in dominy sin appelbeammen sitten?” „De divel mei witte hwet dy hioed skeelt! Ja, dat hab ik, do 'k in ondogense jonge wier; mar nou ha 'k greate bern, en dy mat ik mei 'n goed foarbiel foargean.” „Dat is wier,” sei FREARK, „en hwet for de iene der tröch ken, dat ken der for de oare net tröch. — HANS,” sei er in poaske letter, „ho ald is jou dochter GRIET?” „Hia,” sei de dorpriuchter, en sin eagen bigûnen to glinsterjen, „FREARK, dat fanke, ik sids dy, dat fanke: ald is se net, mar just achtsien; mar ik sids 't dy, hia is sa snoad as in by.” „Dat wit ik,” sei FREARK, „ik hab jisterjûn yette op 't Stoppelgeaster slot hwet by hiar sitten, en ik ken jo wol sidse, hia is my sa goed bifallen, dat ik om hiar in steat wêse scoe om my to foroarjen.” „Nou, hark my dat ris oan! dou gietst er biuster ût!” sei HANS en seach FREARK ris op en del. — „Ja,” sei FREARK, „en ik tocht, jou soan FREARK ken wol hwet oars fine, en jy wirde al ald, as jy it spil den mar del leyen, en lieten ús op 't pleatske wenje, den hiene GRIET en ik in aerdich steed, en jy koene in bulte wille oan ús bilibje.” „Nou is der gjin rie ta!” sei HANS, „dat is dy fest gjin mienen?” „Hwerom net?” frege FREARK en ging riucht oerein stean. „Siuch 'k er nei ût, dat 'k oan 't gekjeyen ben?” „'Hwette!” rop de ald bissjager en ging op him ta, „sa'n ald ~~slid~~-jager ast dou biste, wol min dochter trouwe? Sa 'n jong famke sen achtsien jier?” „HANS,” sei FREARK,

„siuch foar jo hwet jy sidse! — Ald, sidse jy? Siuch my oan, ik ben in m'n beste jierren, twisken de twintich en de fiftich. Al hab ik gjin kaptael, ik hab jo ek yet om gjin pîpfol tabak biddele. Mar wierheid is 't, jou dochter is gans in ein jonger as ik; mar der meitse 'k gjin biswier oer, ik nim hiar doch, hwent hia het goed hiar forstan, en wit wol, dat sa 'n kerel as ik, dy de wrald sioen het, mear wirdich is as sa 'n boerejonge mei in groue, reade hölle en slûk hier, dy 't in kompliment makket as in poepeknist en by de liu oer de keamer flibket.” „Heste my dat fanke al in hele boel sen söks tofoaren eamele?” sei HANS en onderhelle de stok tsjin him. — „Hou HANS! sei FREARK.  
 „De stok biske. Hwet scoene de liu sidse, as der forhelle waerd, dat ik mei m'n skoan faer, al foar de brilloft, op 'e iepenbiere wei oan 't slaen west hie.” — HANS liet de stok wer sakje. „HANS, sei FREARK, „ik ben wol in steat om sa 'n FINK in worst to ontkapen, mar m'n libben net, om sa 'n jong sloof om hiar libbenslök to bidragen. Ik hab jou dochter de hölle net op 'e ren praten.” — De ald bissjager seach him sa sen siden oan, krekt as er sidse woe: Dy mei de dîvel bitroue! mar hy sei neat. Hia gingen wer fierder; mar 't ai wier britsen.

Do se to Daemsein oankamen stied der sa 'n jonge kantoarskriuwer en FREARK ging nei him ta: „Mei jou wolnimmen, hatbe jy hier net in Fransman sioen?”, en sa en sa. De jongkerel sei: ja, foar 'n lits hoatsje wier der him sa 'n kerel foarby gien. Hia gingen trôch 't dorp en op 't oare ein hie ek in ald wiif de franse

jager sioen. „Nou ha wy him gau,” sei FREARK. Mar do se in bitsje fierder op ’t romme field kamen, metten se in ald man, dy de wilgen beaminen oan ’e wei oukappe, en dy woe fen gjin Fransman hwet witte; sint de moarns klokke seis wier der sa ’n kerel net lans gien.

Ho do? De wei wer neigean? Dat hie in echte wildegoesejacht wirden. Ta ’t dorp út wier de kereł doch gien; hwer wier er bliuwn? HANS klaude sîn kop, FREARK kearde him nei alle kanten om en biseach de gelegenheid; op ’t lest sei er: „HANS, fierder kenne wy net gean; it spoar is hier to ’n ein, derom matte wy de saek ris oerlidse. Mar ’t wait hier heislike kald oer ’t flakke field, wy gean der hwet efter dat skieppehok sitten.” — Nou, dat diene se. „Ik ben eigentlik in evelse gek,” sei HANS, „hier oer sa ’n wei en in sök waer in Fransman efter de boksen to rennen!”

„Skoanzaer, lit jy de Fransman mar reste,” sei FREARK, „dy krye wy doch altiid yette.” „Bigjinst my al wer to praten fen skoanzaer, dou Leechgeanster bissfynt?” „HANS, hwet jy net benne kenne jy yette wirde. Ik ha forskate liu kend, dy habbe for dy namme haardochter jown, en der yet in knorke jild op ta.” — „Den habbe se ek oare skoanzoannen der for krike ast dou ien biste.” „Siuch jy my ris oan, HANS,” sei FREARK, en hy ging steil riucht op en del foar HANS stean. „In abbekaet ben ik net en in dokter ek net; mar ik hab sûne lea, en siuch mîn hanner ris oan, dy witte hwet arbeidsjen is. En as jy jou eigen eagen net bitrouwe, den kenne jy mîn baes freegje.” „Ja,

witst wol hwet dy seit? Dy seit, dou bist wol in fikse kerel en witst it wirk ek wol oan to pakken; mar dou hest sprekmenearen oer dy, onnutte sprekmenearen, der gjin ien in hûn mei ût it hok lokje ken.” „Dat ik dat ken, dat wol ’k jo dalik biwîse. Mar nou freegje ’k yet ris, HANS, wolle jy my jou dochter GRIET jaen?” „Dîvel en gjin ein!” sei HANS, „ik toch earst, dat scoe mallichheid wêse, en nou leau ’k doch, dou rakkert mienst it wol in earnst.” „HANS, sei FREARK, „mei ’t pleatske, en dat jy ’t spil oerjaen scoene, dat wier gekheid; hwent jou soan FREARK mat it pleatske ha, en jy hoeve ’t boerkjen yet net oer to jaen; mar mei jou dochter, dat is my innioed; en in plak kry ’k sachts.” „Dou greatsprekker! sei HANS. „Siuch, dit is al sa ’n praetsje, lik as ’k sein hab, derste gjin hûn mei ût it hok lokje scitte.” „Dat wol ’k jo sjen litte,” rop FREARK. „Swetshals!” sei HANS en gîng oerein. „Ik gean nei hûs, en gean dou oan ’t hûnebisprekken of fang din Fransman.” „Dy hab ik!” sei FREARK. — „Greatsprekker!” rop HANS. — „HANS,” sei FREARK, „as in trye minuten de Fransman foar jo stiet, en ik mei min sprekmenearen in hûn ût it hok lokje, sidse jy my den jou dochter GRIET ta?” en hy halde him de iepene han ta, „den slaen jy der in!” „Dou liichbek!” rop HANS, „allenne om dy de noas der op to stietten, datste in swetshals biste. — Ja!” en hy sloech FREARK in ’e han.

FREARK spîgniske sa ’n bîtsje foar him hinne, hy dûkte him del foar ’t skieppehoksdoarke en rop: „Monsieur, allons, ici! — Allons ici!” — En hwet

kaem der út krûpen? De franse jager. — „Lieave  
ginst noch ta! ....” rop HANS. — „*Pardon monsieur!*”  
rop de Fransman. — „HANS, hwa het de weddenskip  
woan?” frege FREARK. „Hier is de Fransman en hier  
is de hûn ek! Hwa kriget nou jou dochter?” „Leech-  
geanster snaek!” rop HANS en onderhelle de stok al  
wer. „Dou wo't my hier to fiter habbe? Dou mîn  
dochter! Lieaver wol 'k dy ris efkes....” „HANS,”  
sei FREARK, „hald dy stok doch hwet bynestter, de  
Fransman wirdt oars bang. Kom jo lieaver hier en  
help my hwet by 't arrestearingswirk; oer de wedden-  
skip prate wy tonei ris.” „*Pardon!*” rop de Fransman  
der twisken. „Hwet hier en hwet der! *pardon!*” rop  
FREARK. „Hwerom roanst dou my onder de boek wei,  
der 'k dy del lein hie? Nou scil 'k dy mar ris nei  
mîn eigen trant bihannelje, jissrou STELLINGWERF is ûs  
hier net bynei,” en dermei snyde er him de knopen  
fen de klean ou. En nou, *allons en avant!*” En sa  
ging dat den nou „foarût is de wei,” trôch Daemsein  
nei Pinwerd en sa fierder.

De ald dorpriuchter roan in de felle rein stil efter-  
oan en hie 't sûr, aldermeast likwol oer himsels, en  
as er de skild op FREARK skoue woe, den moast er  
doch jimmer by himsels sidse: „In rare snaek is er;  
mar in fordealde liepe kerel is er doch ek! Ho 't er  
dat doch wist, dat dy Fransman in dat hok siet? En  
den dit wer mei dat knoopousnyen! Nou, dit stik wol  
'k in mîn acht nimme!”

Do se tichte by Gielkamp kamen, sei FREARK:  
„HANS, hwa ,dîvel komt der dwars oer jou stoppel

oan jeyen? Hwet het er der to jeyen? De rein jaget er doch net út 'e wei." „Ho diveker!" sei HANS, „dat is ommers ontfanger NIKELS sîn brune, en dy der op sit is ommers wrachtich de Stoppelgeaster maire?" — Ja, sa wier 't.

Minhear RIPPERDA kaem er oan, en do er de Fransman seach en FREARK, do sei er: „Nou scil de saek him wol skikke. „Mar," foege der by, „HANS nou matte wy nei din hûs, hwent de siele bifriest my in 't liif en tröchwiet ben 'k oan 't gebiente ta."

„Dat sids ik mei jo, minhear, en wy benne ek al moai tröchweakke."

Do se by HANSES oankomd wieren, helle HANSE wiif in hele boel ouleine klean foar 't liocht, mar fôlle sonders hie se net, hwent de slimme tiden hiene ek in HANSE kleankast al tige romte makke, en elk wier bliid, as er mar hwet fûn dat him sahwet heal en heal paste. Alde HANS sels koe gjin oar hinnekomen fine as in sîn eigen broek; mûnlers FREARK pronke deftich mei FREARK BETTERDY sîn swart nachtmelsrokje, en minhear RIPPERDA, dy de litste wier, moast him in JANNE kort baitsje bishelpe, hwet HANS natûrlik earst to raer wier, hwerom er mei fôlle komplimenten dat oars socht to skikken; mar as immen út de fortretlikheid in feilichheid en út de rein in 'e droechte komd is, den wirdt er frolik to moed, en minhear RIPPERDA lake oer sîn nuvere klaying, dat de triennen der nei roannen. — „Lieave ginst!" sei er in ienen en waerd tige earnstich, „wy laitse hier en wy habbe hier in menskebern by ûs sitten, dy trillet fen keald net allenne, mar

ek fen eangstme. My tinkt wy matte him tominsten mar safolle goed dwaen as wy kenne. Frou, jy moasten dy Fransman ek yet al hwet om en oan jaen. It spande al dat de frou der yet hwet for hie, en do alles by 'n oar skeukt wier hwet sahwet tsienje koe, do moast doch de frou hiar wollen rok yet it greatste gat stopje.

„It mar goed, maet!” sei FREARK, do se om de fölle tafel mei jüns-iten sieten, en hy skau de Fransman sa 'n stik pikelflesk ta fen in pûn of trye. „Ite, jonge! sa lang in menske it, sa lang libbet er yette.” — 't Bigûn mînhear RIPPERDA om de kerel to bigreatsjen, en hy praepte in wird mannich fransk mei him op in treastlike toan, en de earme sonder andere sa earne-litse en wemoedich en forlegen, dat it alde HANS, al forstied er neat er fen, doch by 't hert krike; hy bûchde him nei mînhear RIPPERDA ta en sei: „Minhear, wolle wy de kerel mar net wer renne litte?” — Minhear sei, né, sa koe 't doch yette net. De mûnler en de bakker sieten in greate need en hiene 't riucht foar, en de Fransman siet ek in 'e need, mar hy hie in onriuchte saek, en 't riucht moast doch tröchgean in 'e wrald.

Der kaem HANSE soan FREARK mei de hînsers op 't hiem rideń, en kaein binnen doar. „Goe niûn, heit! Ik ben de Fransen moai ontkomd” en hy jowch de alde de han en gîng nei mînhear RIPPERDA, dy mei de rech nei him ta siet, en jowch him in fikse dûst in 'e nekke: „Goe niûn, JAN! kenst dijn broer net fatsoenlik niûn sidse?” — Minhear sprong oerein en kearde

him om; en der stie FREARK nou as Lots wiif. — „Frede en gjin ein!” sei HANS, „dat komt hier in en dat slacht my de Stoppelgeaster maire in min eigen hûs. En dy slorm wol ek yet in dorpriuchter wirde!” „Hald jo mar stil,” sei minhear RIPPERDA; „derfor scil hy jûn net bytiid op bed, hy scil us jûn yet allegearre nei Stoppelgea ride.” „Tröch de hele wrald, minhear, as 't wêse mat,” sei FREARK. — „Mar,” sei HANS, „hwerom komst sa let thûs?” „Ja heit, ik tocht sa: as se dy krye wirdt de saek slim; derom brocht ik de hinsers in 't bosk en ging op 'e loer stean; ik woe wachtsje sa lang as 't jûn waerd. En do 'k der sa stie, der kaem LÛTSEN eksteur aan en sei: de Fransen wieren lang al foart en minhear RIPPERDA wier de Fransen ek ontkomd, en hy socht om him. — Hwer is eksteur den bliuwn?” sei minhear. — „Hy scil hier dalik komme,” sei FREARK, hy frege yet mar ris by master oan.”

Eksteur kaem dermei ek al, en do er nei minhear RIPPERDA frege, en dy him in dat korte baitsje foar de eagen kaem, do wier 't gekheid mei sin hele boadskip, hy forgeat alles hwet er sidse moast en woe, hy bigûn alderdanichst to laitsen. Dat hindere minhear nou doch, hwent hy tocht op dat stuit net om sin nuvere mondearing, mar om sin vrou en om thûs; hy krike eksteur by de krage en sei: „LÛTSEN, biste gek warden? Ho is 't mei min vrou en de bern?” „Alderbest by 't spil, minhear! hahaha! — En minhear de baljuw lest mafrou hwet ut de boeken foar, en jif-frou STELLINGWERF fûrret litse FREARK mei apels en

kreakelingen; mar — hahaha! — nim 't my net kwea, mìnhear, ik mat laitse." „En mûnlers FREARK bigûn ek to laitsen, en alde HANS ek, en sîn soan FREARK ek, en mem sei: mìnhear like doch alderkomikst in JANNE baitsje. — It hert wier mìnhear nou wer licht warden en hy lake smakelik mei. „LÛTSEN," sei er, laitse mar tige; mar laitse dy hird ût, hwent ik ha hwet for dy to dwaen der haest by is. Is 't net wier, de Fransen habbe de mantelsek mei dat jild en dat silvergoed mei nomd?" „Ja mìnhear; ik ha 't sioen dat se 't foart droegen." „Nou rep dy den hwet. Ontfanger NIKELS sîn brune stiet hier op 'e stal; der gietst op sitten, en dou jagest sa hird aste kenste nei 't slot fen mìnhear ITSEMA to Keibûrren — hwent der benne de franse jagers jister wei komd, en der scille dy leppels ek wol thûs hearre. En den fortelste mìnhear ho n spil wy to Stoppelgea hawn ha, en dou forsikest him, dat er dy in fortroud man mei jowt, dy der in eed op dwaen ken, dat dy leppels mìnhear ITSEMA sines benne. Op sa 'n menear ken hy mogelik sîn eigendom werom krye. En nou mast meitse datst foart komste. En dou, FREARK BETTERDY, slaen mar gau de hînsers foar de wein."

It dûrre ek mar efkes, do sieten se allegearre op 'e wein, mar mem woe HANS net lieafst mei gean litte: „Dou hest der neat to meitsen," sei se, „dou kenst thûs bliuwe en op bed gean." „Memke," sei HANS, wîls 't er op 'e wein stapte, en fen boppen del nei hiar omseach, „dit is tsjin ûs oerienkomste. Dou bist baes in 'e hûs en ik in mîn dorpriuchtersaken; en in

gefangensman to transportearjen, dat is in dorpriuchtersaek. En der mei gîng er by mûnlers FREARK en de Fransman op ien bank sitten: „Sia sa, FREARK, nou mar foart.”

## SAUNTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM FREARK EIGENTLÌK GJIN BÌSFYNT WIER ; HWEROM  
KEISER NAPOLEON NEAT MEI MÌNHEAR HARKEMA TO DWAEN  
HA WOE , EN HWEROM DE OERMAN MEI MÌNHAER HAR-  
KEMA GEHEIMEN HIE.

Foar 't riuchthûs to Stoppelgea halde de wein stil ;  
mei in sprong wier mìnhear RIPPERDA der ou , en hiette  
de oaren , dat se yet in 'bitsje sitten bleaue scoene , sa  
lang as hy röp . Do hy in 'e gong kaem mette MINE  
him mei 't liocht , hwent it wier al aerdich tsiuster  
wirden . MINE , dat wier mìnhear sìn faem , hie bynei  
it liocht falle litten en woe krekt bigjinne to röppen ,  
do se seach dat it mìnhear wier , mei in boerebaitsje  
oan . Mar hy loek hiar linich mei in sìn keamer en  
sei : „Hald dìn smoel , MINE , dou bist ommers in for-  
stannich fanke . ” — MINE wier mar stomp fen forstan ,  
mar neat nimt de dommens better onder de earm , as  
dat se for wiis forklearre wirdt . In MINE hiar hölle  
waerd it den ek al in heel ein klearder . — „Is mìn-  
hear de baljuw hier yette ? ” frege mìnhear hiar . „Ja ,  
mìnhear . ” „Set den it liocht hier mar del en gean in  
'e keamer , en lit dy tsjin mefrou neat skine , en sids

tsjin minhear de baljuw: hier is ien, dy him sprekke wol, en bring hin den hier hinne."

Nou dat die MINE en hia brocht it er goed ou. „Goen jûn, mîn jonge,” sei de baljuw by ’t inkommen. „Hwet wier dîn boadskip, en hwet dochst dou hier in minhear RIPPERDA sîn keamer?” „Minhear baljuw, ho is ’t mei mîn wiif en bern?” „Mîn jonge, hwet wit ik fen dîn wiif en bern? Ho komst dou oan wiif en bern?” „Nou is ’t biuster! kenne jy my den net? Ik ben ommers RIPPERDA!” „Dat is den in oare saek!” rop de alde hear. „Ja, dat is den in hiel bysondere saek! Né, is ’t net wier? De maire sen Stoppelgea in sa ’n kort baitsje!” „Minhear baljuw, mîn frou?” „Dy wit al, dat jy los benne, alde kening, en scil danige bliid wêse.” „Mar...?” „Né, ’t mei gijn kwea, ek net, dat se jo in dit korte baitsje siucht. Kom jy mar mei!”

Immen onforwacht to oerfallen, dat doocht nen bit, ek net as ’t mei in goed doel giet. As de bliidskip in menske in ienen hommels in ’e earen röpt, krekt as in twyntich musikanten ta gelik tichte by immen efter in hage op in stuit der op los blase, den skoert ien dat tröch ieren en sinen, en ’t moaiste musikstik docht ien wé. Né, ik ha lieaver de bliidskip, as se my oankomt as in moai siongfûgeltsje in ’t koele bosk, as se stadich-oan neyer komt fen twige ta twige, sa lang ’t se my op ’t lest fen de neiste beam hiar liet fôl en helder in ’e earen siongt.

De bliidskip kaem by mefrou RIPPERDA earst wol in bitsje haestich; mar dat hie se tröchstien; nou kaem

se fen twîge ta twîge, en do mînhear in 'e keamer kaem, do song de bliidskip hiar it liet fôl en helder in 'e earen, en do de fûgel op 't lest der oan kaem in 't korte baitsje, do wier 't hiar krekt as er hiar mei in hele boel wipkes in 't bosk formeitse woe, dat hia hertlik der om laitse moast. It neitinken oer dy dei is in mînhear RIPPERDA's hûs libben bliuwn ont de leste tiden ta. As mînhear onder moeite en sorgen soms ris riucht fleurich thûs kaem, den wier 't altiid it sidsen onder sîn bern: „Heit het hioed it korte baitsje oan.”

Do de bliidskip sahwet healwei ousakke wier, bigûn de alde hear: „En de Fransman habbe jy tagelik ek mei brocht, mîn alde keining?” „Ik net,” sei mînhear RIPPERDA, „Mûnlers FREARK het der grif it measte ta dien, en de dorpriuchter fen Gielkamp, HANS BETTERDY, het him derta holpen.” „Mîn alde keining, dy FREARK mûnler mat in dealse biredte fint wêse; wy scille him efkes hier komme litte.”

FREARK kaem in 'e keamer en HANS BETTERDY ek. „Hark ris, mîn jonge, bist dou dat, dy de Fransman fen de wein smiten het?” FREARK tocht by himsels: hwette? dit scil fest wol wer in riuchtdei wirde? En om 't er dy frage mei „ja” bi-anderje moast, sette er sîn efterste foet to skoar en liet it er op oankomme. „Ja mînhear,” sei er. — „Wist den ek wol, datst de mûnler in grote forlegenheid brocht heste?” „Forlegenheid? — Forlegenheid der is er ridlik in bîhirde, hwet mear of hwet minder, dat stekt him sa nau net.” „Bist dou dat, dy de mantelsek fen de Fransman sin

hinser ou nomd het?" — „Hest dou dy derby for in sechsteheal oan de Fransman sijn eigendom misgrift?” „Ik hab allenne min eigen sechsteheal werom nomd,” sei FREARK en forhelle de saek. — „Dy hest dy tsjin wet en riucht ta-eigene, en ho wirdt sa 'n ien neamd, dy dat doch?” — FREARK seach de alde hear drist oan, mar hy sei gjin wird. — Dorpriuchter BETTERDY, ho wirdt sa 'n ien neamd?” „Mei jou wolnimmien, minhear baljuw, in dief!” smiet alde HANS der ut. „En dat is hy; hioed het er yet by master MOSK in worst ut de koken stellen. En sa 'n kerel wol min dochter troue?” — „Hwet wol hy?” — „Min dochter GRIET, minhear, dy by jo tsiennet, minhear, dy wol hy troue, minhear.” — „So? so?” sei minhear de baljuw en hy seach FREARK fen boppen nei onderen oan, „dat is den in oare saek. Min jonge, den kenst dou nou hipne gean, en ik scil dy de dei fen jister en fen hioed gedachtich wese.”

FREARK ging hinne en skold in sijn hert op de dorpriuchter en op 'e baljaw. „Hwet wol hy my gedachtich wese?” frege er by himsels, do er in 'e gong stie. Hied er likwol witten, hwet dat in de alde hear sijn mule to bitsinten hie, den hied er fest sa net frege, hwent in 't bose wier de alde hear sin libben neat gedachtich. It forkearde ging him tröch, dat hechte net oan him, hy sette der trye krûskes efter. Kaem him likwol it goede tomiette, den wier er in noed dat it him to gau tröchgean seoe, den wier 't: „NEANKE, FREARK SIMMEL, jissrou STELLINGWERF, onthald dat foaral hwet mei.”

Do FREARK ta de doar ût wier, kearde de alde hear him om en lake fen herten. „NEANKE, FREARK SIMMEL sin worst fen fen 'e moarn scitte nou doch misse matte, dy mat master Mosk fen Pinwerd ha, hwent as dy bîsfynt fen in FREARK mei GRIET BETTERDY troue scil, den matte wy him doch earst wer earlik meitse.” „Ja,” sei minhear RIPPERDA en lei in sechsteheal op 'e tafel, „en hier is 't jild', dat er de Fransman ontnomd het.” — „Nou kom, en sids my nou ris HANS BETTERDY, honear kenne de jonge liu de geboden oanjaen?” lake de alde hear. — HANS stie der en sette in gesicht, krekt as immen him fen esteren in bril ten alde skoechsoallen opset hie. „Minhear baljuw, sei er op 't lest, „de kerel is doch likwol in neakene sweal.” — „HANS” sei de alde hear, „dy saek ken foroarje. Hier by om benne tsjinwirdich fen dy litse pleatskes los, hwa wit as der net ien fen to kryen wier.” — „Ja, minhear, hy is doch likwol ek in dief.” — „HANS BETTERDY, dat woe 'k nou doch yet wol ris fen dy hearre. Do de kerel fen 'e moarn de sechsteheal ût de mantelsek halden het, hied er do dat hele ding net halde kend? Hwa hie der hwet fen witten? En as er 't op 'e nekke nomd hie en wier der mei nei East-Frislan gien: der hie gjin hûn nei blaft en gjin hoanne nei kraïd.” — „Ja, minhear; mar mei dy sechsteheal en dy worst?” — „It iene het er in sîn onforstan for sîn eigen halden en 't oare for in grap.” — „Ja minhear,” sei HANS en klaude him in 't hier, „dat mei allegearre sa wêse; mar mîn dochter GRIET is doch to jong for sa 'n alde fint.” — „In 't wolnimmen, minhear baljuw,”

sa foel jisfrou STELLINGWERF der twisken in, „dat ik de mûle slaen in riuchtsaken en boere-oangelegenheden, dat is in domme ûtsal sen dy, HANS; hwent omdat jimme GRIET yet in jong dom fanke is, derom is 't goed, dat se in man kriget sen ondersfining; hwent dat het altiid in best ding west. En minhear baljuw, nim it my net kwea, hy is in reddige kerel en in disse tiid to brûken; en jisterjûn, ik wol neat ta neidiel sen minhear Droz sidse, hwent hy mat witte honear 't tiid is om mei gewear en sabel op in menske los to gean — mar jisterjûn ging FREARK likme allenne op de Fransman los, en al wieren sin sprekmeneare for jou keamer en min earen net fetsoenlik enoch, ik moast doch by mysels sidse: dat is in kerel, dy der wêse doar. En HANS BETTERDY, dy beide passe elkoar, hwent hwet hy in sin dwaen het, dat het hia in hiar wirden: en, minhear baljuw, hia ken hiar in kerel fen 'e hûd keare, hwent hia is segene mei in bysonder mûlwirk, dat sids ik jou.”

Alde HANS BETTERDY seach jisfrou STELLINGWERF oan en den minhear baljuw wer, hy wier suver forbûke. Op alle ûtflechten dy hy makke hie, wier him de bal werom slein, hy socht om nye en fûn gjin; mar op 't lest foel him in hwet him op 't lest altiid infoel; hy klaude him derom ester de earen en sei: „Ja, minhear baljuw, ik mat earst hearre hwet min wiif er fen seit.” — „Just, min lieave man! Mar foar alles matste earst hearre hwet din dochter GRIET er fen seit. Ik for my, ha dy mar oan 't forstan bringe wold, dat dy FREARK gjin skelm of dief is.”

Hiermei wier den disse oangelegenheid op 'e lange baen skoud ta „nei nye wike.” Mefrou de baljuwske wier mei jiffrou STELLINGWERF al wer nei 't slot gien, en by 't oare selskip hie de wirgens de oerhan krike, do LÛTSEN eksteur fen sîn reis nei Keibûrren werom kaem, mei 't biskie, dat mînhear ITZEMA in hele bulte komplimenten oerbringe liet, en hy stiûrde sîn eigen keamer-sienner mei fen wegen dat silvergoed.

Dertröch wier den alles nou moai in order komd; mînhear de baljuw skreau yet in brief aan de franse oerman, mînhear RIPPERDA jowch eksteur naukeurich oan 'e han hwet er to dwaen en to sidsen hie; FREARK en LÛTSEN namen de franse jager twisken hiar op 'e wein; de keamertsienner en FREARK BETTERDY gîngen foarop sitten, en foart gîng it in de tsiustere nacht tröch de smoarge dik op Leauerd ta.

„Ja,” sei alte HANS BETTERDY, do er allenne in de nacht wer nei Gielkamp gîng, „ik mei wol prate! sa 'n baljuw en de maire en de jiffrou op 't slot, dat benne foarname liu en habbe gjin ien boppe hiar; mar sa 'n dorpriuchter wirdt fen elk en ien kommandearre. Ja, as mîn wiif er net wier! En as dy kerel sa 'n bîfsynt net wier en hy wier den in jier of tsien jonger, en hy hie in goed steed, en us GRIET woe him ha, ja den — den — krike er it fanke doch net; hwent mîn wiif scoe 't net lye wolle.”

Gjin menske ken der my om bitinke, dat ik by 't fortellen fen in grappige skiednis, der gjin nocht oan hab om der ougrîslike skiednissen mei mank to arbeidsjen, en derom praet ik net fierder as 't nedich is fen

de franse jager; ik sids der neat fen ho 't him to moed  
wier do er to Leauerd kaem, ek neat er fen, do 't  
er foar de krichsrie stie, ek neat er fen, ho 't him de  
binaudheid, de deadsbinaudheid jimmer neyer kaem,  
do er it lēan krike for sīn ondogense stikken. En al  
woe 'k dat, ik scoe 't nēt kenne, hwent ik skriuw  
allene dingen dy 'k ken, en dit ken 'k net; ik ha 't  
mīn libben net oer mīn hert bringe kend, om in earme  
sonder op sīn leste reis nysgierrich to bikīkjen, en oan  
to sjen dat de iene sonder de oare, fen wegen in  
menskelike riuchtspraak, foarbarich foar 't leste riucht en  
ūs lieaven Hear bringt. Mar dat wier nou ienkear sa  
en dat barde sa, en do sīn bloedrich lik op 't san lai,  
scil licht gjin ien der om tocht ha, dat de kūgels der  
wit ho fier in Frankrik fölle hirder in in hert fleagen,  
as in sīn eigen — ik mien in sīn alde mem hiarres.

Ik wol derom allenne fortelle, dat tröch de ûtlevering  
fen de libbene Fransman de mūnler en de bakker  
fry kamen fen de fortinking dat se in moard dien hiene;  
en dat' tröch sīn bikentenissen en tröch de tsiuchnisse  
fen ontfanger NIKELS en de keamertsienner, mīnhear  
I.ZEMA sīn eigendom werom krike, en dat de oerman  
TOLSMA, do de auditeur it bare jild tobek halde woe  
as onbiheard goed, opstie en mei strange warden sei:  
mei roof en dievery scoe sīn resiment net onteard  
wirde. Dermei stied er op, naem de mantelsek en sei  
tsjin LÜTSEN eksteur: „Min goede frūn, jy likje my  
ta in fornimstich man to wēsen; nim jy disse forsegele  
mantelsek en bring him oan mīnhear de baljuw WEBER,  
hy ken der mei dwaen hwet hier in 't lan riuchtlik is.”

LÛTSEN krike in brief derby, en sa waerd de saek ou makke.

Mar nou kaem er in swierrichheid twisken in, der hie gjin ien om tocht: ho scoe 't mei minhear HARKEMA komme? Do de mûnler en de bakker en de oaren al ût de riuchtkeamer en by him wei wieren, stie minhear HARKEMA der, as in moaje ienlike ikenbeam in in kappe bosk, dy de houtfester allenne in sîn steatlikens sparre het. De oerman seach him binyd oan en frege: „Hwerom stean jy hier yet?” — Minhear HARKEMA sködde sîn toeken en oan sîn donker-read gesicht koe men sjen, dat in sîn toppen de stormwîn bigûn to rûsen. „Dat woe ik jo freegje,” wier sîn andert. As der op dat amery in freand menske inkomd wier, dy scoe 't wol littien ha om to sidsen hwa fen dy beiden de oerman wier. Beide hiene se in mondearing oan en beide hiene se in foarnaem en deslich foarkommen, dat wier hiar beide eigen omdat se 't orders jaen wend wieren. Wier de oerman in pear tomme langer, minhear HARKEMA wier in heal foet grouer; hie de oerman it krichsmanswapen onder de noas, minhear HARKEMA hie 't oer sîn hele gesicht, hwent hy hie him in in pear dagen net skeare litte kend; baes METSKE hie earjister oerslein, en hwet de deis to foaren en jister en hioed wûchsen wier, wier rîklik safölle as de knevel fen de Fransman.

„Hwa benne jy?” frege de Fransman. — „Ik ben lid fen 't bistûr to Stoppelgea,” sei minhear. — Dat like doch de Fransman hwet to forbûkjen. Hy roan op en del en op 't lest bleau er foar minhear stean en

sei: „Ik siuch er for keiser NAPOLEON gjin foardiel  
 in, dat 'k yet langer mei jo in 't lan om reisge. Jy  
 kenne hinne gean.” — Söks wier minhear HARKEMA  
 nou doch net wend. „Minhear,” rop er, „disse bi-  
 hanling.....!” „It spit my tige,” foel de oerman him  
 in 'e reden, „dat se jo oerlest oandien ha. Jy matte  
 fest by forsin meinomd wêse.” — Dat wier nou den  
 doch for minhear HARKEMA in to sterk stik. Hy hie  
 him de hele wei lans in de winternacht der mei treastge,  
 dat hy in útsocht offer fen de korsikaenske draek wier,  
 en nou scoe dat allegearre neat oars wêse as in for-  
 sin? Hy hie in sin onskild op sin minst rekkene op  
 in iepenlike earforklearring foar 't front fen in heel re-  
 siment Fransen, en nou skopte him — mei permissie  
 sein — de franse oerman mei de foet for 't alderdier-  
 berste en sei: hy koe hinne gean. — „In man as ik  
 ben,” rop er, „ut forsin meinimme!” — Jy meye yet  
 sprekke fen gelök,” sei de oerman en kloppe him  
 friëndlik laitsend op 't skouder, „in oarlochstiid komme  
 er immen wol ris slimmer dingen oer; der wirdt man-  
 nichien ut forsin deasketten. Jy meye dit wol for in  
 biproeving oansjen.” — De oerman lake, hy naem  
 minhear in 'e earth: „Kom mar mei, minhear, ik ben  
 tige in min skik, dat de saek sa ut 'e wrald komd is,  
 en dat ik minhear de baljuw to wille west ha ken. En  
 nou hie 'k yet wol in pear wirden in 't geheim mei jo  
 onder siouer eagen to praten.” — „In 't geheim en  
 onder siouer eagen, dat wieren nou doch in pear wir-  
 den, dy koe minhear HARKEMA net tsjinstean; derom  
 ging er mei.

„Minhear,” sei de oerman, do se bûten doar op ‘t waechsplein stiene, foar de herberge „de Keizerskroan,” der de oerman sîn thûs hie, — „mînhear wolle jy tsjin de alde brave mînhear de baljuw sidse, dat ik him yet fôlle groetenissen bringe lit, en nou ‘t ik lôkkigerwise sîn winsken foldwaen kend ha, scil hy sa goed wêse wolle om mines ek to foldwaen, en mîn winsk is, dat hy, as ‘t mei ‘t riucht bisteant ken, dat onbihearde jild dat jong famke takomme lit, dat my jister onderweis de brief sen him brocht het. En mînhear, jy siugge wol in, dat dit geheim halden wirde mat, hwent oars koe mînhear de baljuw deroer bitocht wirde.

Do wier mînhear HARKEMA wer in sîn fôlle farwetter. „Jy miene doch FYKE?” frege er haestich ; FOKKE mûnlers FYKE, dy der stiet ?” — en hy wiisde op FYKE, dy in bitsje fen siden by hiar heit stie en him de earm om ‘e hals slein hie en fen bliidskip skriemde. — „Dy mien ik”, sei de oerman en ging op it pear ta.

FYKE liet de earm fen hiar heite nekke los, mar de triennen koe se net keare, en do de oerman neyer kaem, wier ‘t hiar krekt as se yet mear skrieme moast; en do de oerman hiar de han jowch knikte hia stilswyend, hia koe gjin wird ütbringe. Sa lang de noed as in tsiustere nacht op hiarlein hie, sa lang wier hia stil en restich hiar gong gien, sonder hiar riuchts en lofts om to kearen, en allenne ‘t fortrouen op God hie hiar as in moaje stierre liachte; nou wier de sinne opgien, nou stie se stil, hiar hert blierke as in moai blomkjende roas nei ‘t liocht in ‘e hichte, de frisse moarntiidskoelte spile in hiar bledden, dat hia

omkipje koe nei riuchts en nei lofts, esterût en foarût,  
en de moarndaue foel op 't ierdrik.

De ald mûnler stie ek stilswyend foar de oerman ;  
mar do dy frege, as hy de heit fen dat jong famke  
wier, do hied er gjin warden brek. „Ja minhear,”  
sei er. „En al mei 't ek wier wêse hwet us minhear  
baljuw seit, dat jonges better benne, en famkes to  
kliemerich — hwent dat benne se minhear, lik as jy  
oan FYKE sjen kenne, — en derby fage er himsels de  
eagen út — „sa wit ik doch for jou goedichheid gjin  
better, winsk as dat us lieaven Hear jo ienkear sa 'n  
fanke jaen mei as min FYKE ien is.” — Sa tocht de  
oerman der licht ek wol oer ; mar hy sei 't net, hy  
draide 'm om nei FYKE en frege: „Ho is 't famke,  
kenst ek skriuwe ?” — „Ja minhear,” sei FYKE en  
knikte. — „Hia ken alles,” sei de mûnler, „hia ken  
skriuwn skrift lêse en hia ken skriuwe as in skoalle-  
master ; hwent hia mat al min skriuwery biredde. „Nou  
den, famke, skriuw my hier dîn namme ris in en 't  
dorp derste fen denne biste.” En FYKE skreau in de  
oerman sin boekje hiar namme en wenpleats. De oer-  
man lies dat, hy sloeg it boekje ta, hy jowch hiar  
en hiar heit de han en ging hinne mei de warden : „It  
beste! 't is best moglik dat wy elkoar yet ienkear ris  
wer mette.”

---

## ACHTTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM WITSE BAKKER SÌN MIETTE OERROAN; HWEROM DE  
STOPPELGEASTER TSJERKFAUDEN TAXIS-BEAMMEN ÌN DOMINYS  
TÙN PLANTE HA; HWEROM BAES RÌKLE DE BRANKLOK  
LIEDT EN HWEROM IK JIMMER BY 'T SJEN FEN JULIUS  
CESAR SÌN KOPSTIK OM MÌNHEAR HARKEMA TINKE MAT.

In lits healûre letter rieden der twa weinen ta Leauerd út op nei Stoppelgea. Op de earste sieten de alden: mînhear HARKEMA en de bakker en de mûnler, en as in man der se in eare in stelden, ek de keamertsienner. Op de twade siet FREARK BETTERDY mei LÛTSEN eksteur op 'e foarste bank, en op 'e oare HINDRIK en FYKE; mûnlers FREARK siet tsjin 't afterkret aan.

Do se in ein riden hiene, bigûn mînhear HARKEMA to praten. „Sie sa!” sei er, „út dy falle benne wy doch goed ontkomd.” — „Jawol, mînhear,” sei WITSE bakker, „en dat ha wy to tankjen oan mînhear de baljuw en mînhear RIPPERDA, mar aldermeast oan mûnlers FREARK.” „Dat is al nei 't jy 't bisiugge,” baes WITSE, sei mînhear. „Ik for mîn persoan hab neat tsjin dy trye liu, en dat dy jager nei sted brocht waerd, dat het ús goede tiensten dien, mar fry makke het ús dat

net. Ha jy net sioen, dat de franse oerman mei my onder siouer eagen foar de doar praten het?" — „Ja, mînhear." — „Nou, der ken 'k jo safolle fen sidse, as dy Fransman my net ta in geheime opdracht brûkt hie, den wieren wy licht wol trôch in oare poarte ût Leauerd ride[n] as nou. — „Dat wier de devil!" rop de alde bakker en seach mînhear HARKEMA sa 'n bîtsje fen siden oan. — Minhear sei neat, hy knipeage allenne bysondere earnstish en seach do fen siden oer de keale lannen, krekt as er earst sîn wirden behoarlik in de bakker wirkje litte woe. Dat slage him likwol mis. Alde WITSE bakker sîn hölle wier as sîn healningelens-kantsje, der 't er drank in meat; as dat ienkaer oan 'e ranne ta fol wier, dan naem it neat mear oan, hwet er den yet by kaem, dat dripte oer de flier; en op dat stuit wier sîn hölle aan de ranne ta föl fen alle saken, dy 't er bilibbe hie; dat mînhear sîn wirden der dalik by del dripten; hy sei neat. — „Baes WITSE," sei mînhear HARKEMA hei in poaske, „ik woe wol dat wy mar in Stoppelgea wieren." — Dat dripte yet in WITSE bakker sîn kantsje en koe der yet plak krye, hy sei sa dwaende: „Dat woe 'k ek, hwent it scil in heislik lang fortrek jaen." — „Dat mien ik net," sei mînhear, „ik mien wegens ús ontfangst." — De bakker sîn kantsje roan wer oer. „Ho dat sa?" frege er. „Ik mien wegens ús ontfangst mei de earepoarte." — Nou roan 't kantsje oan alle kanten oer: „Ontfangst? — Earepoarte? — Ho dat sa? — Komt de prins den?" — „Né, baes WITSE, dy komt net, mar wy komme." — Nou wier 't mei alde WITSE den krekt

allik as dat immen him by 't drankmietten tsjin de earm oan staet hie, dat de helte út it kantsje op 'e grûn fleach, en 't oare dat er in bleau, allegearre tröch 'n oar skolpere. Dat wier in gelök, hwent nou koe de forklearring fen mînhear HARKEMA plak krye. „Baes WITSE, ik sids *wy* komme. Scille de liu út sa 'n dorp lik as uses is, net allike goed for hiar meiborgers en bistûrsleden, dy for 't faderlan lidt habbe, in earepoarte boue, as for de prins, as dy ris wer kaem? Mar hwa scil 't dwaen? De ald baljuw? De maire? Dy tinke er net om. Of miene jy fen skoallemaster, om 't er ienkear sa 'n bont pompieren ding makke het? Nou, dat wier ek hwet moais! Of alde METSKE? Dy leit it allenne in 'e mûle, baes WITSE. Of alde SIOUKE? Dy ken de tromme slaen as der hwet omröppen wirde mat, mar oars neat. — Ja, as *ik* der mar wier.” — „Mar mînhear,” sei de bakker, dy mei de tiid hwet fen sîn forwondering bikaem, hwer scille se in disse tiid fen 't jier blommen en grien wei krye?” — „Blommen? Habbe JILKE skroar en BEITSKE bontkoer gjin reade en giele ban to keap? En habbe de tsjerkfauden safolle taxis-beammen in dominys tûn plantsje lit en, allenne for dominy sîn pleisier?” — „Nou, dat is wier,” sei alte WITSE, mar do wier sîn kantsje ek wer oerrennende fol. — „Hwet sidse jy, FOKKE mûnler?” frege mînhear HARKEMA. — „Ik sids alhiel end al neat, mînhear,” sei de mûnler, en draide 'm om nei de efterste bank mei in gesicht sa fol tearen en falden, krekt as der in gearbûne tabaksek oer sîn skouder kipe, „ik sids alhiel neat, ik tink

er oer, do 'k jister nei Leauerd ta ried, wier 'k net best to moed, en hioed, nou 'k wer sen Leauerd werom kom, sit it my wer dwars in 'e mage." „Ho dat sa ?" frege minhear HARKEMA, en de ald munler fortelde sin forlegenheid mei IZAK. — „Jawol," sei minhear en striek him seast mei de han sen boppen del nei onderen it gesicht lans aan 't kin ta; fierder kaem de han net, der bleau er heakjen sen wegens 't stikelige bird; it kin jowch mei en sakke del, dat de mule iepen ging, en sa seach er in tiid lang stijf in 'e loeft. Hy bisocht dat stikje in pear kear, mar wier 't jimmer 't selde, oer 't bird koed er net hinne komme.

Nou wier minhear HARKEMA sin bird wol hwet wreed, mar hy hie in weak sin, en ging sin mule wiid iepen, sin hert ging ek wiid iepen, en do er de leste kear mei sin goede eagen in de disenige loeft seach, haldoer sin oandacht op in blau plakje, en in stikje sen de blaue himel foel troch de eagen in sin rom hert; hy moast in goed wirk uftiere. „Baes WITSE, sei er, „gean jy op 'e foarste bank en lit FOKKE munler hier sitte, ik hab hwet mei him to praten."

Dat ging oan, en WITSE bakker praette op de foarste bank tige luid mei de keamertsienner, en minhear HARKEMA praette op de efterste bank tige sunich mei de munler. „Baes FOKKE," sei minhear, „ik help jo ut de need. Moarn lit ik IZAK komme, en pas den ris op, ho linich as er wirde scil, hwent ik wit hwet sen him, hwet geheims, hwet gjin ien fierder oangiet; mar hwet suvers is 't net. De kerel scil jo ont peaske ta

tiid litte, en ik scil borch for jo wirde; en moarn kom ik er op út en siuch al jou pompieren nei en nim de saek in mìn hadden; hwent siugge jy, ik hab de oanstelling as notaris, en derom ken ik sökke saken folgens riucht biredde." — Hy helle 't singnet sen sîn horlosiekeatting foar 't liocht. „Hier stiet it. Kenne jy wol latinsk skrift forkeard lèse?" — De ald mûnler koe 't net riucht en net forkeard lèse. — „Nou, dat is ek neat. Hier stiet: *Not. Pub. Im. Caes.*, dat bitsiut, ik ben *Notarius publicus*, en *Im. Caes.* bitsiut safolle, ik ken in eltse proces om rie frege wirde. — Sadwaende, baes mûnler, ik help jo. — Mar ien bitingst hab ik: jy sidse tsjin gjin ien hwet sen mân borchwirden, en tsjin gjin ien hwet sen ús ouspraek, foaral net tsjin mînhear de baljuw. De saek mat geheim bliuwe." — De mûnler onthiette dat den ek.

Op de twade wein wier 't in ien ding krekt allik as op de earste: op de foarste bank waerd tige lûd praten en op 'e efterste, hwer FYKE en HINDRIK sieten, tige sunich, en ik hoef net to fortellen hwet hia to-gearre praatzen, hwent FREARK lai tsjin 't efterkret oan en hearde hiar petear sen wird ta wird, en dy scilder by tiid en gelegenheid wol mei foar 't liocht komme.

In ûre of trye letter as dit praten pleats hie, roan dy bisfynt sen in FREARK SIMMEL to Stoppelgea trôch de bûrren en rop: „Hia komme! hia komme!" Hy hie op 'e mûnlepolle al twa ûren op 'e wacht stien, en mînhear de baljuw hie in dy tiid al saunkear oan him skille en wier op 't lest út fortretlikheid nei mefrou RIPPERDA gien.

„Hia komme!” rop de slorm. — „Is 't wier , jonge?” frege alte RÌKLE, dy klòklieder wier. — „Ja, baes RÌKLE, hia benne al tichte by.” — En alte RÌKLE sei by himsels: Den helpt er net oan, den mat ik mines der ek ta dwaen.” Hy gìng nei de toer en bigùn, om 't er doch it hele lûd net bitwinge koe, sa geweldich to lieden, krekt as der bran wier. Nou, do kamen alle mensken ta de doarren ût setten. „Hia komme!” „Hwa komme?” „Minhear HARKEMA en WITSE bakker en de mûnler en al de oaren!”

„Hoera!” rop BAUKE skoenmaker en swaide mei de earm in 'e löft, mar hy hie forgotten, dat er der in lears oer litzen hie. — „Hoera!” rop TSJEPKE smid, en roan de bûrren op mei 't skoatsfel foar. „Mar friûnen, alles in ordentelikheid en manierlikheid,” en hy staette de weverinne de poat mei flesksop ût 'e han, dy se fen jiffrou STELLINGWERF mei krige hie. — „Hoera!” rop minhear DROZ en hy kaem mei de beare-mûtse op ta de doar ût setten, mar oars in sìn deise klean, en ester him stiene sìn litse franse bern en skreauden: „*Vive l'empereur!*” krekt do minhear HARKEMA op de foarste wein trôch de kliber mensken ried.

Dy siet likwol steil op 'e bank en halde de han it hele dorp trôch oan sìn hoed en draide sìn earwear-dich gesicht nei riuchts en nei lofts, en by sìn defticheid kaem de oandwaning, en hy lûstere de mûnler ta: „Baes FOKKE, dit docht my de earepoarte for-jitten.” „En de ald mûnler seach minhear HARKEMA oan, ho dy it die, en do die hy it krekt allik en sei: „Ja, minhear, en my IZAK.” — De keamertsienor

makke aan sijn kant jimmer komplimenten, en tram-tearre sijn hoed op in onmensklike menear, en aan de oare kant rop alde WITSE op 't aldermensklikste fen de wein ou: „Goen dei FEIKE-om! — Dei BAUKE! ho giet it mei din nekke — Dei JAN! — Goen dei, STRUWENGA! — Is 't allegearre goed? — Ho giet it mei de baergen?”

Mar do se op 't plein kamen, do wappere mefrou HARKEMA mei in heal wit gordin ta 't fenster út, en dertröch waide er in minhear sijn hert in stormwin op, dat sin fielding mei grote weagen in biwinging kaem, en him it wetter in de eagen spatte. „Memke,” sei er heallûd by himsels, „Memke!” — hwent hy neamde sijn frou altiid „memke,” en hia neamde derfor him sen „heit.” „Memke, ik ken din wink net neikomme; hwent disse beide dagen habbe 't mei my to dwaen hawn as in ipenbier persoan en net as in huislik man, habbe 't mei my as lid sen 't bistiuur en net as „heit” to dwaen hawn, en sa matte se ek to 'n ein brocht wirde. — WITSE bakker,” rop er en derby lûkte er him de tryetút in 'e eagen, „nei 't riuchthûs!” De riedshear hie oer de huisfader de oerwinning bihelle.

Och, hwet wier dat der in moaye jûn op 't riuchtûs. Alles hwet in koken en kelder for de Fransen biseide stoppe wier, waerd foar 't liocht helle, en hwet er ontbriek, dat kaem sen 't slot. MINE dekte in lange, lange tafel, en aan dy tafel waerden jimmer oanstekkers aan oanstekkers stitsen, en as de grote tafels net tarikten, kamen der litse, en do dy net tarikten, moasten de bern by in stoel ite. — Jiffrou STELLING-

WERF stie by de hoekspine en parse sitroenen út op súker, en der waerd út allerhanne flessen allerhanne goed getten, en de théketel gíng jimmer fen de koken nei de keamer en út de keamer nei de koken, en minhear de baljuw stie der by en probearre jimmerwei en geat er den ek yet hwet by, en op 't lest knikte er en sei: „Jiffrou STELLINGWERF, sa is 't goed! Dit is in oare saek!” en hy kearde 'm om nei mefrou RIPPERDA en sei: „Ja, hertsje, in ien ding dögge jy nou min sin; de püns jow *ik*.” — Minhear RIPPERDA hantearre de korketrekker en LÛTSEN eksteur wier bitsiender, en de keamertsieder stie by de hird en die by al dy beusichheden neat as sködhöljen, en woe LÛTSEN leare ho 't er presentearje moast, en do LÛTSEN der nei dwaen woe geat er jiffrou STELLINGWERF in glesfol püns in 'e skette. Ja, 't wier in moaje jûn! FREARK stie by de doar, permantich as in grenadier en forrepte en forroerde him net, oars net as dat er dronk, en FREARK BETTERDY stie by him, en forrepte en forroerde him ek net, oars net as dat hy ek dronk, en dat er nou en den der út gíng om in 'e gong de noas to snuten. En mûnlers FYKE siet by mefrou RIPPERDA, en mefrou hie hiar by de han en streeke hiar oer de seafste wangen, en do litse FREARK by hiar rennen kaem, streeke hia him ek en sei: „Seit dou ek safolle fen my halde?” Minhear de baljuw rop HENDRIK in in hoeke en praette mei him in 't geheim. Hwet hie minhear de baljuw mei HENDRIK in 't geheim to praten, en hwerom sloech er him jimmer op 't skouder? — Alde FOKKE mûnler frege in stilte dat

himselfs ek ou, en do er op 't tinkbield kaem, dat it fen wegen it proses wêse scoe, sei er tsjin WITSE: „Sie sa! mei de prinses ben 'k nou ek klear, nou bliuwt my dy Joad yet mar oer, en dy wol 'k my jûn in 'e pûns stippe.” „Dou bringst my op in tinkbield,” sei de bakker en hy gîng ta de doar út en kaem nei in poas werom, in de iene han in earmkoer, en oan de oare sîn jongste dochter. „Mei jou wolnimmien, mînhear RIPPERDA, ik wol ek graech mines dwaen ta 't feest fen disse jûn, en hier benne hwet sûkerkrelingen, en hier, mefrou RIPPERDA, is mîn jongste dochter; nim it my net kwea, mefrou, hia hied er sa 'n sin oan om in dit selskip to wesen.”

Mar hwet hie dat allegearre yet to bitsiutten tsjinoer de glans en de eare, dy om mînhear HARKEMA opgîng. Hy hie sîn mantel oudien en stie der nou in de bleate mondearing en alles stie om him hinne om him to bitankjen: mînhear RIPPERDA for dat er efter sîn mantel skûle hie; mefrou RIPPERDA, dat hy hiar man dertrôch ta de flecht mei holpen hie; jissrou STELLINGWERF dûkte trye kear onder en sei, hia scoe 't net forjitte, hwet hy oan hiar dien hie, en FOKKE mûnler sei: eigentlik wieren hia allegearre lîkme allenne trôch mînhear HARKEMA fry komd, en do baes WITSE dat ek bikreftige, onthiette sîn dochter in hiar hert oan mînhear in lekkere boffert. Sîn moai read gesicht glinstere en flikkere fen wille en bihagen, en hy dûkte him del nei mefrou RIPPERDA en sei: „Ik wit siker net hwer 't mîn moaike bliuwt.” By baes mûnler sîn worden, kaem mînhear de opdracht fen de franse oer-

man in 't sin, hy gîng nei minhear de baljuw en sei: „Minhear baljuw, ik hab in wird onder fiouer eagen mei jo to praten in in bysondere geheime oangelegenheid;” sa pratende lôek er minhear WEBER nei in hoeke fen de keamer. — Wy witte wol hwer minhear HARKEMA oer prate woe, mar as dy hoeke fen de keamer prate koe, en us forklapte hwet hy der forstelde, den moasten wy sidse: „Wy wisten fen neat.” Op 't lest moast minhear RIPPERDA de baljuw forlosse, hy naem minhear HARKEMA en sette him boppe op in eareplak, en min libben is in menskebern net sa op 'e riuchte tiid op 't riuchte plak set wirden, as minhear do, hwent nauerneed siet er of sin frou kaem in, mei in swart siden japon oan, en ester dy japon stie alde master METSKE, de barbier, en BEITSKE bûntkoer hiar jonge, GÎSBERT, wier der ek by. Mefrou HARKEMA hie in kranse fen griene laurierbledden in 'e han, dy hie master METSKE fen sin beam plokke, en der naem er oars nea nen bledden ou as allenne as sin wiif brasem sea, en de kranse wier mei in lange oranjesiden ban gearbùn, dat hie GÎSBERT bisorge, hwent mei orangelint mochten se in dy dagen net iepenbier soar 't liocht komme: derom hie mefrou HARKEMA dy jonge meinomd. Hia gîng op hiar man ta en jowch him in tûtsje en plakte him fen esteren de kranse op 'e hölle, dat de giele linten him by de rech del hingen, en hy spriek in pear moaje wirden, dy nimmen heard het, hwent WITSE bakker briek to gau los mei: „Hoera!” en de mûnler mei „Lang libje minhear HARKEMA!” en elk stimde der mei in en klonk mei de glêsen.

Ja, 't wier in moaje jûn! En lang nei dy tüd, as ik in print fen JULIUS CESAR seach, kaem my minhear HARKEMA in 't sin, hwent krekt allik stie him de laurierkranse, mei 't onderskie, dat minhear HARKEMA in hiel ein friûnlike en földer fen tronie wier, as dy meagere bienbitige Romein. En lang nei dy tüd, as ik koeke of sûkergoed krike, den tocht ik om WITSE bakker sîn sûkerkreakelingen, en ik doar der yette fen sprekke, hwent men koenen der in bulte fen ite en men kriegen der gjin pine in 'e mage fen.

## NIÜGGENTSIENDE HAEDSTIK.

HWEROM DE MÜNLER WER ÌN SÌN LEARS OP KIPE. Ho 't  
FEN IN LEPSEN IN LIEPPEN KAEM. HWEROM HINDRIK OU-  
SKIE NAEM, EN HWEROM FREARK FEN MIENING WIER,  
DAT DE FROULIU GOEKEAP WAERDEN.

Do FOKKE mûnler de oare moarns op sîn Grienterp-  
ster mûnle ta 't bed út krûpt wier, siet er wer mei  
de hölle ìn 'e han en kipe neitinkend ìn sîn iene lears  
op. „Memke,” frege er op 't lest, „hab ik jister  
wirden mei HINDRIK hawn, of hab ik dat droomd?” —  
„Ei kom, heit,” sei sîn wiif, „dou hest jimmeroan  
sa grien mei him west as gears, en hest him aloan  
din beste soan neamd, en FREARK hest in bult jild  
onthietten, sa gau ast dou in rîk man wierste, en dat  
scoe nou net lang mear dûrje.” — „Nou memke, den  
hab ik al nuver goed opjown.” „Dat sei 'k dy jister-  
jûn al, mar do woest dou it sa net ha.” „Der is  
gjin rie ta!” rop de mûnler, „ik kom de domme stre-  
ken mar heel net toboppe!”

FREARK kaem ìn 'e hûs en sei: „Moarn baes! moarn  
frou! Ik kaem er mar efkes ìn, baes, om jo to sidsen,

ho 't ik de sack by my sels oerlein ha : ik wol 'dat jild, dat jy my jisterjûn tasein ha , yet in tiidlang by jo op rente stean litte , ta sa lang as ik it nedich brûke mat." „Hm!" rop de ald mûnler en siet op 'e stoel om to riden. „Ja," sei FREARK , „mar ik hie wol in oar forsïk , wolle jy my to peaske net gean litte , howol dat bûtentiids is?" „Hwet scoe dat ? — Hwet hest in 't sin?" „Ik wol troue." „Hwette? Dou troue?" „Ja baes , ik scil troue mei HANS BETTERDY'S GRIET , dy nou op 't slot tsienet , en as HINDRIK JOUKES ûs FYKE ha scil , en de alden oan beide kanten der neat tsjin ha , den hie 'k al by mysels tocht , wy koene wol mei 'n oar op *ien* dei de brilloft halde." — Dát gîng nou den doch de ald mûnler al to stoef. „Dou kealfink...!" sa sprong er op en taeste nei sîn iene lears. — „Hou baes!" sei FREARK en gîng riucht-op stean. „Dat wird past net op my en bitammet net for jo. Ho 't it mei *my* stiet , wit ik sint trye dagen , en ho 't mei HINDRIK en FYKE stiet , wit ik sont jisterneimiddei; ik lai efter hiar in e wein , tsjin 't esterkret oan , en 'k hab alles mei oanheard. — „Nou heit," rop de mûnlerske , „dat koe doch best." „Dat bigripst dou net," sei de alde en roan in 'e keamer om. — „Nou baes," sei FREARK en gong ta de doar út , „lids jy de sack ris oer; hwet *mìn* skoanheit oangiet , dy rent ek al sint earjister hinne en wer to oerlidson." „Dou kenst dîn jild krye," rop de mûnler him efternei , „mar net earder as maye."

Hwerom wier de ald mûnler doch sa hoannich ?  
Hy mocht HINDRIK doch graech lye , hy sels hje in de

lestetijd der faek om tocht, dat HINDRIK en FYKE elkoar tige pasten, hy sels hie him jister „sin beste soan” neamd; mar dat wier ’t just! Jisterjûn hie de pûns him ta ’n rîk man ’makke, en hioed seach er as in earme stumper in sin lears op, en al wier ’t ek, dat IZAK him biprate litte mocht om ont peaske ta to wachtsjen, dat ústel waerd doch gjin oustel. — “Heit,” sei de mûnlerske, „dit is ’t beste hwet ûs FYKE en ûs oerkomme ken.” „Mem,” sei de alde, en ’t wier in gelök dat er yet gjin learsen aan hie; hwent den hied er grif fen grimmigens bigûn to foetsstampen, „Ik sids ’t dy, dat bigripst dou net! — Hwette? — Ik scoe JOUKE FOKKES sin soan, dy mei my in in prinses leit en dy mei in greate pongsol jild in ’t lan omreisget, — mîn bern jaen? mîn beste, lieafste bern! en ik scoe tsjin him sidse matte: der hest hiar, mar in’t losse helter, mei-jaen ken ’k hiar neat, hwent ik ben in earme stakker. — Né, memke, né! Ik scoe ’t goed borgje, hwerin mîn ienichst bern, mîn lîtsje FYKE, foar de preekstoel kaem? — Né, né! Ik mat earst de foetten ris wer hwet better onder ’t liif ha.”

Sa giet dat faek in de wrald. In great gelök hinget deun by immen, dat er ’t sa mar krye ken, mar as er de han ústekke wol om ’t to pakken, den sit dy han fest oan keattingen, dy in lang forfleine tiden smeid benne, sonder dat immen ’t mirken het, en hia benne in hiel ein efter him fest makke, sa dat er de utein net rikke ken. De mûnler sin keatting wier sin proses en ek wol it forkeard bistiûr fen sin saken in foarige tiden, en do ’t er letter nei ’t gelök taeste woe, halde dat

keatting him tobek en hy skrepte en grînde om 'e nocht. Hy hie 't keatting nou wol in ienen tröchhoue kend, mar den moast er 't libbenslang tröch de wrald slepe, as ien dy ût 't tichthûs britsen is, — en dat liet sin eare net ta.

It moast ien oan grîse om dy ald man, hy gîng for elk ût 'e wei, en arbeidde likme allenne in de mûnle en in 'e stal om, krekt as er in ien dei alles esterhelje woe, hwet er in lange jierren forsomme hie. Einlings waerd er forlost; minhear HARKEMA kaem er oan, mar nou in sluchtwei klean: „Goen dei, baes FOKKE! Nou, us saek is in 'e heak.” — Mar de alde wier dy deis net lichtleauich to moed, en hy sei kortwei: „Ja, hwa 't it leaut, minhear.” „As ik it sids, FOKKE mûnler,” sei minhear, en helle in pak pompieren ût de wein en gong mei de mûnler in 'e keamer, „den mat immen dat leaue; hwent ik kom hier nou as iepenbier notaris.” „Mem,” sei de mûnler, „lit us eskes togearre, en dou, FYKE, stek us earst it liocht op.” — Dat wier nou hiel end al net nedich, hwent it wier liochtskîndei; mar de alde hie 't wol sioen, dat minhear de baljuw by in riuchtdei altiid in waechskears barnen hie, en hy woe 't ek sa ha, hwent it kaem him griffer foar, om 't it in alde wisansie wier. Derop gîng er nei de kas en helle sin bril der ût en sette dy op, hwet ek net nedich wier, hwent hy koe gjin skriwn skrift lêse; mar 't kaem him doch sa foar, dat er mei de bril op better oppasse koe, en derop sette er in tafel midden in 'e keamer en twa stoellen der by.

Do hia nou togearre by dy tafel en dat liocht sieten,  
lies mînhear HARKEMA mei in tige dûdlike stimme in  
pompier foar, hwerin biskriuwn stie, dat de Joad ont  
peaske ta wachtsje woe, as mînhear HARKEMA borch  
waerd, en do er dat lêsen hie lai er 't by him del en  
seach de mûnler oan mei in gesicht dat seach er út  
as: „Hwet seist nou, maet?” — De alte bigûn sa-  
hwet to mompeljen sen „hm” en „ja” en „mar” en  
klaude 'm op 'e hölle. „Baes FOKKE,” sei mînhear  
noartich, „hwet scil dat mompeljen? Hier stiet mîn  
segel, in harke in in kranske, omdat ik HARKEMA hiet,  
en der om hinne stiet mîn weardichheid: *not. pub. im.*  
*caes.* En hier stiet de Joad sîn onderteikening: *Izak*  
*de Leeuw*, en hwet skriuwn is, dat is skriuwn.” „Dat  
seit mînhear de baljuw ek,” sei de mûnler en bigûn  
in hiel ein fleuriger út sîn eagen to sjen, „hwet skriuwn  
is, dat is skriuwn.” „Hwet dy seit, dat is my 't  
selde, *ik*, baes FOKKE, *ik* ben der ta oansteld tröch  
mîn amt, om skriuwne skriften wettich to meitsen tröch  
mîn segel. En tröch dit biskriuwn pompier benne jy  
ont peaske ta út alle sorlegenheid.” „Ja, mînhear, en  
ik bitankje jo heechlik; mar hwet *den?*” — Do wier  
't mînhear sîn bar om to mompeljen: „Hm! Hwet  
*den?* — Ja — nou — nou, baes FOKKE,” en sîn ald  
goed gesicht smiet sîn hele amtsdeftichheid as *notarius*  
*publikus* ta de doar út, en sette de mensklieavendheid  
as bril op sîn flinke noas en seach de ald mûnler en  
de hele wrald friûnlik oan: „Nou, baes FOKKE, ik hab ont  
peaske ta rie skaft, ken 'k den ek net fierder rie skaffe?  
Ik ben hier komd om dy hele boel út 'e wei to meitsen.

Derta is 't likwol nedich , dat jy my al jou omstannichheden forhelje en al jou pompieren sjen litte." — Dat koe baes mûnler ek hiel wol bigripe en hy fortelde en fortelde , dat in oare hölle as minhear HARKEMA sines der gled fen tröchroan ha scoe , en hy helle safolle pompieren foar 't liocht , dat mannichen der eangstich en bang sen werden wier ; mar minhear HARKEMA wier dealse stiptlik in sin saken , hy mocht graech tsiustere dingen neisneupe en bindtjern ut 'n oar tijsje ; hy hearde en lies alles mei geduld , likwol net mei foardiel for sin foarnimmens . — „Baes FOKKE ,” frege er einlings , „is 't dit allegearre ? — „Ja , minhear ,” sei de mûnler en liet de earen hingje as in ierappellof , der de nachtfroast oer gien is , „en dit is yet min kontrakt mei de griteny .” — Minhear naem dat kontrakt en lies it sa los wei tröch , en do seach er der ek ut krekt as er in pikbal in krike hie ; mar in ienen derop sprong er oerein en rop : „Hwet is dit ? — Wy benne der mei klear , baes ! In de tiid sen in jier twa benne jy in skatrik man . De hele griteny is mealplichtich , hier stiet it in artikel siouer en hwet seit artikel fiif ? For eltse lieppen noat , dat de mûnler meatl , ken er sen riuchtwegen in lieppen meallean easkje .” „In lepsen , minhear HARKEMA ,” rop de ald mûnler en sprong nou ek in 'e hichte , „sen eltse lieppen in lepsen .” „Né , in lieppen ! — Hier stiet : „van ieder *lopen* een *lopen* als maalloon ” ; en hwet skriuwn is dat is skriuwn . En hier het de gritman it gritenesegel onder set .” „Minhear HARKEMA ! minhear HARKEMA ! de hölle sûset my ; dat is ommers doch mar in forsin .” „Forsind is

ek forspille, en hwet skriuwn is, dat is kriuwn; dat het de ald baljuw jo ommers sels sein." „Dat het er, minhear," sei de mûnler, „ja, dat het er, der scoe 'k in eed op dwaen kenne."

En do gîng er in de ald mûnler in ûtsicht op forlossing út de Joadefingers op, en in ûtsicht op in hele bulte lieppens noat en op in hele bulte gledde siuwske riksdaelders, hwent de hele griteny'e wier ommers mealplichtich en moast ta him komme. Minhear," rop er, „dat ken him redde; — Mar — mar —" „Baes FOKKE," sei minhear noartich, „hwet wolle jy der nou yet mear tsjin inbringe? De saek is kant en klear." „Ja minhear, mar ik woe mar sidse, ho scil 't den mei de sekken?" „Mei de sekken? Mei hökker sekken?" „Mei de sekken, hwerin it noat my brocht wirdt. It noat kry 'k al, mar hwa kriget de sekken?" „Nou," sei minhear, „dat is in swiere juristise frage, baes, der hie 'k yet net om tocht, en in 't kontrakt stiet der neat fen. Mar as *ik* jo in rie jaen scil, hald se den foarlopich mar; hwent hwet seit it aldste riucht: *beati possidentes*, dat betsint op sin plat boersk: „habben is habben en kryen is kinst." — Baes FOKKE, ik hab je nou út alle swierrichheden holpen, mar nou meitse ik ien bitingst: de mûle ta! Oer de hele saek wirdt tsjin gjin menske in wird útlitten — hearre jy! — tsjin gjin menske! — Mei Izak scil *ik* prate, dy mat noat inpleats fen jild nimme, en tsjin peaske ken den alles klear wèse, en den, baes FOKKE...." „En den, minhear?" „Den komt it suver oerskot. — Mar baes, de sack bliuwt in 't gehein!"

Baes mûnler onthiette dat en mînhear HARKEMA sakke wer ou, en HINDRIK en FYKE seagen yet ho 't er fen 'e wein ou de alde taknikte en de finger op 'e mûle lei.

„FYKE,” sei HINDRIK, „ik ken sen mîn hert gjin moardkûle meitse, ik mat klearebare înskinke, ik gean nei dîn heit en praet mei him.” „Döch dat,” sei FYKE. Hie se likwol witten ho 't mei de alde stie, den hie se HINDRIK licht oanredt om yet hwet to wachtsjen.

Mei de alde stie 't likwol hiel wonderlik. Dy selde moarns wier er in kealfink en woe sîn ienichste dochter net in 't losse helter ouleverje, en op 'e jûn wier er in rîk man, en sîn ienichst bern hoefde elk en ien net to nimmen; hia koe in fornnname frou wirde sa goed as der ien wier. For sîn hölle wier dy foroaring to hird oan komd, hy wist net riucht ho 't mei him roan wier, en der kaem nou yet by de stille noed, dat it allegearre sa net wier lik as 't wêse moast, en in greate onrest, dat hwet er pleats ha scoe, net riucht wier. „Mar,” sei er den by himsels, „de baljuw het sels sein, hwet skriuwn is, dat is skriuwn; en hwet riucht is, dat heart mînhear HARKEMA better to witten as ik.”

In fölle restiger tiden wier de man altiid al biswierlik ta 'n bislût to kryen, mar do him dy nuvere saek in 'e hölle siet, wier dat gled onmogelik. Do HINDRIK him sîn foarstel to kennen jown hie, bigûn hy to praten sen 't proses, en hy sei, HINDRIK hoefde net to mienën dat hy to foetten ût wier; der hiene him forskate in 'e fingers hawn, dy him onder wetter triuwe wold hiene, mar hy halde de hölle er yette goed höp-

pe. HINDRIK sei derop, hy hie 't goed enoch in 't sin, hy hie by himsels sa tocht: de beide skoanalden moosten in rest en frede, oan hiar ein ta by him wenje, en baes FOKKE moast him sijn dochter FYKE jaen; en sijn mealkontrakt moast er him forkeapje. Mar der sette baes FOKKE in krease hölle oerein: dat woe hy best leauie, der scoe HINDRIK wol sin oan ha; mar nimmen hoefde to röppen fen „hearringen” sa lang as se yet in 'e sé benne; hy liet him ek net fen in dongkarre oerride; lit stean fen sa 'n opslüpt jongfynt lik as HINDRIK wier. Sijn kontrakt? Sijn kontrakt woed er halde, en as der ris in keining om sijn FYKE frege! — Sa 'n tael hie HINDRIK lang net forwachte, dalik nei dat er sa 'n biûster bulte bard wier. Him fleach it bloed ek nei de hölle en hy sei haestich, de mûnler moast „Ja” of „Ne” sidse, as er him mei sijn dochter troue litte woe of net. — De mûnler draide him sniedich om, hy kipe ta 't fenster út en sei: „Né.” — HINDRIK draide him ek om en gîng ta de doar út. In healûre letter ried FREARK mei HINDRIK sijn reau op 't mûnlehiem, en do er oan HINDRIK rop kaem dy mei FYKE út de tûn, en FYKE wier danige bleek, mar ek fiks bedaerd en hia sei: „HINDRIK, dat wird dat ik dy sein hab, der hald ik my oan, hald dou dy der ek oan!” Hy knikte mei de hölle en knipte hiar seast in 'e han, hy gîng op de mûnlerske ta, dy foar de doar stie, en sei hiar in wird twa ta 'n ouskied, do gîng er op 'e wein en ried sunich fen 't mûnlehiem ou.

Do er al in hiel ein fen 'e mûnle ou wier, hearde er hwa oan him röppen, en do er omseach, kaem

FREARK dwars oer de hoeke fen in stik rogge op him oan:" HINDRIK, hwer ride jy hinne?" „Nei Stoppelgea." „Bliuwe jy der to nacht? „Ja, ik hie tocht, ik woe to nacht by WITSE bakker bliuwe, hwent ik woe earst yet ris mei minhear de baljuw prate." „Ik mat sidse, dat is in forstannige infal, HINDRIK; en ik hab jün ek yet hwet to Stoppelgea op 't slot to dwaen, en moglik ha 'k mei jo ek yet hwet to praten, derom HINDRIK, matte jy net foart ride ear 't ik by jo west hab; mar ik kom hwet let, as alles ût 'e wei is." — HINDRIK onthiette dat er op him wachtsje scoe en ried op Stoppelgea ta.

Onderweis mette WITSE bakker him, dy ried mei 'n weinfol weet nei de mûnle en sei: „Nou HINDRIK rid mar by mines oan, mei jün en al ben 'k ek wer thûs, den keuvelje wy in bitsje mei elkoar."

Mar jawol! jawol! It wier al lette jün en de bakker hie lang al thûs west; mar HINDRIK wier yette mar altiid by de alde hear op 't slot. FREARK wier ek al komd en nei 't slot gien, en alde WITSE sei tsjin sîn dochter: „SIMKJEN, op 'e mûnle benne keallen om 't hea gien, dat scitte sjen. Dat de alde mûnlerske sit to skriemen, dat het grif net fôlle to bitsutten, hwent de triennen sitte hiar hwet los; mar dat FYKE by de alde sîn kibjen en dwars wêsen stil omgiet en suver neat seit, siuch, dat sinnicht my net; en de alde het hioed wer sîn wondere streken; ût dy man is net wiis tò wirden. Do ik him frege: „FOKKE heite, honear ken 'k min moal wer helje?" — do sei er: „Der mat ik earst min kon-

trakt nei freegje." En do ik sei: „Wy matte nedich ïn de oare wike dat moal thûs ha," sei hy, dat wier him allike fölle, hy gîng nei sîn kontrakt to wirk. En do 'k foarried rop er my efternei: „As ik mei dat moal in wonderlik stik kaem to bilibjen, den moast ik mar nei mînhear HARKEMA gean, dy scoe my de saek wol út 'n oar sette, as him dat goed tocht." „Dat is wrichtich in gek ding," sei SIMKJEN.

Do kaem HINDRIK ta de doar ïn en wier biustere stil en bidest, en do de bakker fen de mûnle bigûn, en dat er der in suterige bijegening ondersün hie, briek HINDRIK kort ou en frege: „Baes WITSE, wolle jy my wol in deugd dwaen?" „Wel ja, hwerom net?" sei de bakker. — „By jo komme in bulte liu, en jy habbe ek stalromte; ik wol mîn hînsers en wein forkeapje; wolle jy my derby netbihelpsum wêse?" „Wel ja, hwerom net?" frege WITSE; „mar HINDRIK," foege er nei in poaske der by, en men koene hast fen bûten sjen, ho 't er fen binnen de tinkbielden forsammele en ta in lang tou oan 'n oar knôtte, hweroan hy it petear fierder spinne woe, „mar HINDRIK, dat het ommers tiid. De hînsers — de hînsers — siuch, nou benne se goëkeap, — hwerom? — Ja, hwet wit ik er fen! — Lichtwol omdat nûnmen der wis fen is, dat de Fransen se him by nacht net út de stal helje; mar de hînsers — dou scitte 't sjen — hia wirde diûr — hwent — dou scitte 't sjen — mei in wike mannich tsjucht alles tsjin de Fransen op." „Dat ha 'k nûs fen in man heard, dy dat better witte ken as wy beide, baes WITSE,

mar krekt derom wol ik se kwit wese." „Ja," sei FREARK derop, dy onderwiles in de kamer komd wier, „ja, de hinsers wirde diur en de frouliu goekeap. Nei de hinsers scil in bulte fraech komme, as 't losbrekt, en nei de frouliu in bitsje; en as 't soarby is, en de helte fen de jonge kerels deasketten benne, yette minder. — En losbrekke scil 't. Jister to Leauerd krike my innen by de moue, dy seach er wol nei ut dat er de blaue beane al priuwn hie, dy sei tsjin my, nei min utsjen hie 'k ek al mei 'n iseren stok om lôge, en as 'k der yet ris sin oan hie, den wist hy wol in plak for my. — Ik sei, der woe 'k my op biriede; mar jister is hioed net, hioed hoef ik my net mear to birieden. Ik ben ienkear dissertearre, mar allenne omdat ik by min kaptein de bern widsje moast; en jister biredte ik my allenne om 't ik tocht, ik scoe min eigen bern ek ris widsje; en hioed biried ik my net mear, ik wol tsjin de Fransen ut tsjen. En baes WITSE, ik hab nimmen op 'e wrald, dy nei mines om-siucht; as jy hearre dat ik foart ben fen de minle ou, siuch jy den ris nei min kiste. En nou winskje 'k jimme 't beste, ik mat to nacht wer nei de minle."

Dermei ging er der ut. HINDRIK ging him efternei; „FREARK, hwet is dit?" „Hwet dit is?" frege FREARK. „Dat scil 'k jo sidse: hwet de iene bireint dat bidript de oare. Us beide is 't selde oerkomd, allenne mei 't onderskie, dat jou FYKE skriemt en min GRIET laket. Ik ben hiar net jong enoch. Nou, dat mealt my ek neat. Dy man to Leauerd wier ik net to ald, en hwet by de iene eart is, dat is by de oare foer." „FREARK,"

sei HINDRIK sunich, „praet sa lûd net. Dou wö'st soldaet wirde en ik ek.” „Hwette? jy?” „Stil! — Ja, ik ek. Ik ha gjin friûnskip hein noch omrent, ik stean allenne in 'e wrald; nou hab ik mei de alde hear baljuw praten, en dy het my onthietten dat er op min eigendom it each halde scil. Mîn mûnle in de Dokkumer Walden ken 'k alle dagen forhiere en mîn hînsers en wein forkeapje 'k” „Hûra!” rop FREARK. „Jow my de han, kameraet! — Dîvel hael! Ik seach it de earste moarn wol oan dy, dat in dy in soldaet stike.” „Ja,” sei HINDRIK, „dat is allegearre goed en wol. De wille hab ik, mar hwer bliuwt it folbringen?” „Hark ris broer, as immen ondogense dingen in 't sin het, is de dîvel dalik klear om him it paed to wisen; ûs lieaven Hear scil him fen de dîvel gjin pik sette litte, hy scil ûs it riuchte paed wol wise, hwent it giet for 't faderlan. — Siuch *ik* ken net, ik mat ont peaske ta by de baes bliuwe; mar dou, rîd moarn dalik nei Leauerd en freegje in 't weardshûs, der wy west ha, nei in deftich man mei in bulte bird en in groede oer 't riuchter wang — Dou scitte 'm wol fine — en by dy man kenst dy en my oanjaen: „FREARK SKELTES” en het earder tsienne; mar dou hoeft net to sidsen dat ik ienkear om 't bern-oppassen dissertearre ben. En ast it in order heste, lit it my den witte, den kom ik.” „Dat scil wêse!” rop HINDRIK. „En FREARK, döch jimme FYKE de groetenisse fen my, en sids tsjin hiar, hia mat hiar net swiersettich meitse litte, hwet ik tsjin hiar sein hab, der hald ik my oan.” „Dat scil ik oerbringe, en nou goe

nacht!" „Goe nacht!" — En do HINDRIK yette sa  
stie en nei FRAERK sîn stappen harke, do hearde er  
om 'e hoeke yette: „Divelhael! fordome patriotten!"

---

## TWÝNTICHSTE HAEDSTIK.

Ho 't ïn 'e wrald, ïn STOPPELGEA EN ïn 't MÜNLEHÙS  
BIUSTER DER OMWEI GIET. HWEROM DE MÙNLER EN  
FREARK NEI STOPPELGEA RIDE, EN HWEROM FYKE  
HIAR NEIREISGET.

De Fransen kamen net wer ïn dy krite, mar derom waerd it der yet net restiger. De lanstorm briek los, en minhear de baljuw wier de oerman, onder him stie kaptein Grisou.

De tingen fen BONAPARTES tsjinstuiten ïn sijn oarlochs-wirk kamen oerwayen, de franse amteners waerden binaud, en GYSBERT KAREL VAN HOGENDORP mei in stik-mannich oare hearen in den Haech achten de tiid rïp om de lan-omkearing to biwirkjen, dy se ïn stilte al lang ïn 't sin hawn hiene. De russiske oerman baron ROSEN stiûerde in restje kosakken nei Frîslan, dy op 'e 16 November 1813 to Leauerd oankamen. Do maken de Fransen bird dat se foart kamen; mar om 't men tochten dat se hier en der yet wol ris hwet kat-tekwea útfiere scoene kenne, achte men 't op in hopen plakken nedich om 't folk onder dc wapens to bringen.

Sa kaem ek it Stoppelgeaster leger op in bien. Dat bistie for 't greateste part ût liu mei piken; allenne master **SKEPER**' hie him sen **TSJEPKE** smid in hellebaerd meitse litten. Mar minhear **HARKEMA** hie in korps skerpsjutters opriuchte, bisteande ût ienentwyntich man mei jachtgewareen, en de jonge boeresoannen rieden op hinsers mei greate sabels op 'e side. „Dat wier om to laitsen,” sidse de tröch en tröch wise hearen, „ien resiment Fransen hie dy hiele kliber ût 'n oar jage.” Dat is best mogelik, sids ik, mar de geast dy do in 't folk siet, hiene se net forjage; om inkelde dingen mocht men ris laitse kenne, om de hele saek lake destiids gjin ien, sels **BONAPARTE** net.

Oeral gîng de röp: „De Fransen scille hier wol komme. Tröch 't hiele lan letten de klokken en gjin dorp bleau bynefter. Oeral reisge wapene folk, hier hinne en der hinne, en dat iene franse resiment hie lange skonken ha matten as 't oeral tagelik it fiûr dweste wold hie.

De Stoppelgeasters marsearden nei Afterhaven, in dy hoeke scoene de Fransen wêse; de Molquarders marsearden nei Stoppelgea, hwent der scoene de Fransen wêse. Ja, it wier in ontreddene hûshalding. Op 't plein foar 't riuchthûs waerden de pikeliu in rigen en kompanyen fordeeld; minhear **DROI** en mûnlers **FREAK** scoene dy saek opskipperje, omdat hia allenne der hwet forstan fen hiene, mar de borgers woene hiar orders net opfolgje, om't de iene in Fransman wier en de oare in tsienstbode. In 't twade gelid woe nimmen stean; **DEDDE** skoemaker net, om't **BAUKE** skoemaker

in 't foarste stie; ontfanger GROTE net om't BEARN STAEL, de wever, fen foaren by 't fallen fen 't banjenet him jimmer mei 't forkearde ein fen de pik in de korte ribben stompte, en dat koed er net fordrage. In de hingstekamp eksersearre minhear HARKEMA in 't folle siur mei de ienentwyntich jachtgewearen, jimmer allegearre in 't gelik. Sin haedkommando wier: „Roef! Roef!” den moasten se allegearre in ienen oufijurje, earst mei los krûd, en do mei skerpe lading, mar do by de twade kear master LUKAS sin witbonte kou deasketten waerd, waerd dat ouskaft. Hia seyen fen efteren allegearre SAKE skroar hie dat dien; mar dat is nea net utmakke wirden. Einlings wieren se allegearre moai in 'e rige en 't gelid, en do kaptein GRISOU „links zwenken!” kommandearre, kamen se ek allegearre riuchtut en riuchtoan ta de bûrren in en marsearren in in moaje kliber der ut, en do se wer bûten wieren socht elk nei in droech paedsje, en hia marsearren de iene efter de oare, krekt as de hantsjemieren.

By de Ulketerp halden se stil, hia wachten op hiar oerman, op minhear de baljuw. Minhear de baljuw, wier to ald om to rennen, en op 't hinser sitte koed er net, derom ried er in in wein nei de krich. Hy siet deftich op sin lange, hege risene wein, sin degen lai by him op 'e bank. Do er der oankaem, krike er fen sin soldaten in „Fiva! en derop halde er in oanspraak, hy sei: „Jonges! soldaten benne wy net, en malle setten scille wy dwaen, mar dat ken us neat skele; hwa derom laitse wol ken 't dwaen. Wy wolle

likwol ûs plicht dwaen en dy is: wy wolle de Fransen sjen litte, dat wy op ûs plak benne. Mar in slim ding is 't, dat ik neat gjin forstan fen de krichskinst ha, en derom wol 'k earennoch nei in man omsjen, dy derin bidriuwñ is. Mînhear DROI, kom jy by my op 'e wein, en as de fyand komt, sidse jy my den, hwet er dien wirde mat. — Forlitte, jonges, scil ik jimme net, en nou foarût! for 't faderlan." „Hûra!" rop sîn folk, en foart gîng it, op e fyand los.

De Prippegeaster boeren en de arbeiders fen Jinsenbûrren en Kottegea kamen mei heaforken en allerhanne oare dingen, en slûtten hiar der oan. „HOMME HEINS," sei mînhear HARKEMA tsjin sîn adjudant, „dit benne ûs onfeste liu. By tiden is dy soarte goed to brûken, lk as wy by de kosakken sioen ha. Mar hia bringe licht tsierdery in de feste troepen; derom hald jimme altiid goed op ien heap, en as 't los rent; den altiid Roef."

De kavallery waerd op kindskip útstiûrd en ried foarop, alde ontfanger NIKELS en de klerk fen de sikterye fen Jinsenbûrren hiene pistollen; dermei skeaten se ou en oan, om de Fransen skrutel to meitsen, en sa kamen se tichte by Afferhaven; mar de Fransen troffen se net. Do se dat mînhear de baljuw bikend makken, sei hy: „Jonges, my tinkt it het hioed nou sa goed west, en as wy nou werom keare, den kenne wy yet by dei thûs komme. Nou, hwette?" — Dy infal wier goed; kaptein GRISOU kommandearre: „*regtsom keert!*" en alles gîng nei hûs, op in heal kompeny piken en twa skerpsjetters nei, dy in de Kittegeaster herberge oansilden en der fen greate wonders forhellen.

Do se op 'e weromreis wieren kaem BEARN STAEL by mînhear rennen en frege: „Mei jou wolnimmen, mînhear, scil ik mîn pik mar in bîtsje in mînhears wein del lidse?” „Tige graech, mîn lieave man.” — En der kaem DEDDE skoenmaker, en der kaem SAPE skroar, en der kamen in hele bulte, ja, hia kamen allegearre mei 't selde forsûk, en do mînhear de baljuw ta 't dorp inriden kaem, do hie sîn alte rîsene wein fôlle fen in krîchsmasine, in sichtewein ût de tiden fen de Persen en de Romeinen.

Mînhear HARKEMA liet yet tryekear „Roef!” op 't plein sjitte, en elk gîng tofreden nei hûs. Allenne mînhear HARKEMA wier fortretlik. „HOMME HEINS,” sei er tsjin sîn adjudant, „der koe neat fen komme, hwerom liet dy alte baljuw earst net in mûnle in 'e bran stekke?”

Gîng 't er in de hele wrald biuster om wei, op 'e Grienterpster mûnle gîng 't neat oars. De liu brochten noat en kriegen gjin moal; de mûnle stie stil en 't noat waerd op 'e noatsouder smiten. IZAK dé Joad kaem nou en den en helle 't by weinsfollen, en jimmer as hy fen 't mûnlehiem ried, sei de mûnler: „Goddank, alwer fierlich of fistich gûne oubitelle, al nei 't tal sekken den wier. Mar wol to moed wier baes FOKKE derby net, hy waerd earder mismoedich, en allenne as mînhear HARKEMA by him west hie en him ferske moed inspritsen hie, den sette er in heech borst en spriek fen greate dingen. As sîn wiif siet to skriemen en FYKE mei hiar earnstige tronie stil omging, den waerd it him sikerwier wer tige binîpt om 't hert en hy moast him mei lûd opswetsen de frese fen 't liif

keare. En as **FYKE**, hwet gau ris barde, him by de ban krike of him om 'e hals foel, en sa tige inerlik mei triennen in 'e eagen him frege: „Heit, hwet skeelt jo eigentlik? Hwet het al jou geskrip to bitsiutten?” — den hie 't sîn ûtfallen hwet biskie hia derop krike, al nei 't him to moed wier. Hied er sîn rike rite, den tute er it fanke en hy sei, hia scoe mar tiid dwaen, it scoe for hiar wol goed komme; mar hied er sîn binaude rite, den treau er hiar mei hirde stroefe wirden fen him ou, en sei: sîn saken gingen frouliu net oan, hy moast witte hwet him to dwaen stie.

It wier in stille kwelling en eangstme aan alle kanten, mar einlings moast it iepenlik oan 't liocht komme, do **WITSE** bakker sîn wittenmoal ha woe. Hy hie der om stûrd, hy hie der om skriuwn, en op 't lest kaem er sels, en do jowch 't in opskoer mei skelden en rassen fen bilang. Do de bakker fen 't mûnlehiem ried skeat er „skelman” en „dieven” en drige dat er 't oanbringe scoe. Alle dagen kamen der op ny lilke liu. Peaske wier op hannen; do kaem er fen alle kanten in hopen noat oan 'e mûnle, omdat er tsjin de healdagen mear goed bakt wirde moast as oars. De mûnler sîn koarn bloeide, mar in bulte, in hele bultekiette stie der mank. De fieldwachter kaem it hiem opriden, hy scoe ris nei de saek freegje, mar de mûnler jowch him freamd biskie en eamele fen sîn kontrakt en sin riucht. De deis foar peaske kaem **IZAK** en helle de leste reed noat, en de middeis by de itentafel sei de mûnler tsjin sîn wiif en **FYKE**: „Sia sa! fen dy kerel benne wy ou, hy het sines.” Sin wiif en **FYKE**

swigen stil, en de mûnler fierde in sîn hert net goed peaske, hwent in frolik gelove oan in restige takomst woe in him net opstean. En de deis nei peaske kaem de fieldwachter wer en sei de mûnler oan, dat er de oare deis op 't slot komme moast; hy frege ek nei FREARK en do' dy kaem waerd er ek oansein om op 't slot to kommen. „As 'k wol!” sei FREARK en draide him linich om, hwent him skeat it sidsen fen de baljuw in 't sin: „Dat scil 'k dy gedachtich wêse.” „Aste net komtste,” sei de fieldwachter, „den mast forwachtsje hwet dy oerkomt.” „Dy hearen miene al-tiid,” sei FREARK laitsend, „as hiar prömmen rîp benne, den mat ien fen usen se ploaitse. Mar ik wol moarn likwols nei Stoppelgea, hwent mîn tiid by de baes is om.” „Dou scit dy wol biriede,” grommele de mûnler, „ont maye ta ha 'k dy hierd.”

De oare deis rieden FOKKE mûnler en FREARK nei Stoppelgea. Gjin ien fen beiden sei in wird. Do se in 'e bûrren kamen woe FREARK by WITSE bakker oanhalle. „Hou!” rop de mûnler, „der wol 'k net hinne; ik slaen nou by GEALE ût.” „Nou baes,” sei FREARK, en sprong fen de wein en smiet him de jaechline ta „den ride jy der sels mar hinne, hwent ik wol by WITSE oan,” en dermei gîng er hinne. In goede dagen hie de mûnler dat grif net oer him gean litten, hy scoe sîn fynt wol to plak set ha, al wier 't FREARK ek; nou sei er neat, hy wier de alte FOKKE mûnler net mear, hy helle in djieppe sucht op; hy ried by GEALE foar de doar, mar gîng der net in e hûs, hy gîngnei mlnhear HARKEMA's hûs aan de oerkant.

De wein wier pas fen 't mûnlehiem, do kaem FYKE  
 in hiar beste klean by hiar mem in 'e keamer en ging  
 in in hoeke sitten en bigûn to skriemen. „Mem,” sei  
 se, „ik ken 't net helpe, mar ik ken 't tinkbield net  
 fen my krye, dat er us hioed hwet oer de hölle hin-  
 get, hioed scil 't útwiisd wirde as wy op 'e mûnle  
 bliuwe of net. Heit het hwet útsierd, en hwet dat ek  
 is....” „Hy het dat in sin onforstan dien,” rop de  
 mûnlerske der twisken. — „En derom wol ik him ef-  
 ternei,” sei FYKE; „ik wol minhear de baljuw forslikje  
 of mafrou de baljuwske, of oars immen — ik wit it  
 sels yet net — us lieaven Heare scil my de wei wol  
 wîse en my de wîrden in 'e mûle jaen.” „Ja, gean  
 mar hinne, FYKE,” sei hiar mem.

FYKE ging; hia koe de wein yet foar hiar út ride-  
 njen. Hia kaem to Stoppelgea en ging, lik as altiid,  
 nei WITSE bakkers; hia frege nei de bakker, dy wier  
 al nei 't slot; hia ging in 'e keamer, der siet FREARK,  
 to praten mei in soldaat, dy hie in skiere rok oan en  
 siet mei de rech nei hiar ta. FREARK sprong op:  
 „Dealehael! FYKE, hwer komme jy wei? De soldaat  
 sprong ek op. Lieave ginst! ho wier dat? dat wier  
 ommers HINDRIK? — Ja, dy wier 't, hy sloech de  
 earm om hiar: „FYKE, min alderbeste FYKE! kenst  
 my den net mear?” — Och heden ja, hia koe him yet  
 wol; lûd rop se út: „HINDRIK, HINDRIK, dou onder  
 de soldaten?” „Nou;” rop FREARK der twisken in,  
 „FYKE, hab der gjin nîget oan. Hwer heart in flinke  
 kerel tsjinwirdich oars thûs as onder de soldaten?” —  
 FYKE sloech op sin wîrden gjin acht, hia hie 't tofölle

mei hiar gedachten to dwaen en sahwet in hiarsels sei se: „Och heden! en der het min alde heit ek alskild oan. Hwet is der doch mei him geande?” „FYKE,” sei HINDRIK, „om my hoeft er gjin swierrichheid to habben, en al woe 'k ek in 't earst mar foart, allike fölle hwer hinne en hwerfor, nou is dat oars, nou wit ik earst hwerfor ik soldaet wirden ben en hwerfor wy in 't field gean; nou wit ik earst hwet it bitsiut as in kameraet neist in kameraet stiet, en as in hiel resiment mei liif en libben for 't faderlan to fielde tsiucht. — Siuch, dou witste ho 't ik fen dy hald; mar aste my hioed din han jaen woeste om to trouen, ik koe 'm net oannimme; ik mat mei; mar din hert nim ik mei op 'e reis.” „Dat is mannetael!” rop FREARK. — „'t Is goed, HINDRIK,” sei FYKE, „dou hest gelik, gean mar hinne. Mar aste werom komste, hoefst us hier net mear to siükjen; hwent er hinget us in ongelök oer de hölle, en hwa wit, ho lang de münle us yet rak en dak jaen scil?” — „Ei hwet, FYKE!” sei FREARK, „jimme heit het himsels hwet in 't tsiökwäer arbeide; hy is aan 'e hals ta in 't wetter gien, mar derom hoeve de weagen him yet net böppé de hölle gear to slaen. Hy het yet goede friünen, dy him wol helpe scille.” „Hwa ken him helpe?” sei FYKE; hia ging sitten en liet de hannen in 'e skette falle, „Gjin ien wit, hwet hy him in 'e hölle set het.” „O!” sei FREARK, „der wit HINDRIK hwet fen. Hy het fen 'e moarn sa 'n fügeltsje siongen heard; dat mat er jo mar ris fortelle, hwent ik mat nei 't slot.”

## IEN EN TWYNTICHSTE HAEDSTIK.

HWEROM DE MUNLER DER BY BLIUWT, HWET SKRIUWN IS DAT  
IS SKRIUWN; HWEROM MÎNHEAR DE BALJUW FREARK SIM-  
MEL BY 'T EARLAPKE KRIGET, EN MÎNHEAR HARKEMA  
JIMMER ÛT DE FALDEN REKKET. HWERMEI DEN EK  
DE SKIEDNIS GLED ALHIEL OAN 'T EIN KOMT.

FREARK gîng er út en HINDRIK en FYKE bleauen to-gearre. Op 't slot siet de alde hear baljuw mei de poejermantel op 'e poejerstoel; hy wier fortretlik. „NEANKE,” sei er, „de mantel knipt my.” „Heden, WEBER, ho ken er jo knipe?” „NEANKE, hy knipt my, en ik ben gjin turkske pacha, dy bisûkje wol ho 't fielt as immen him mei in siden koarde smoart.” „Nou, is 't sa goed?” „Nou ja; mar dat is in les-tige sake.” „Hwette, WEBER?” „Mei dy alde Grien-terpster mûnler; dy aldman is, leau 'k, gek worden, wol 'k mar sidse; howol sîn saek danich nei ondogens-heid rûkt.” „Hwet saek het er?” „Ja, hwet saek het er? It noat dat in de leste dagen op 'e mûnle brocht waerd to meallen, dat het er allegearre halden, en dat mat er oan IZAK forkocht ha. Hwer siuchst sa nei, NEINKE?” — „O, ik siuch him der krekt sa mei

mînhear HARKEMA oankommen." „Mei mînhear HARKEMA?" rop de alde hear; hy gîng opstean en seach ek ta 't fenster ût. „Hwet wol mînhear HARKEMA, NEANKE?" „Hy praet mei de mûnler." „En tige drok praet er mei him, NEANKE," sei de alde hear, en sîn tronie waerd helder en in frolik glimke spile him om 'e mûle. „Godtank, nou scil ik de mûnler sen ondagensheid frysprekke kenne, dit scil op in domme set útdraye, hwent mînhear HARKEMA sit er mei in." „Mînhear HARKEMA is doch sa 'n goeden earlichen man." „Dat is er, NEANKE, mar hy siert gekke dingen ût — gekke dingen siert er ût." — Dermei gîng mînhear de baljuw in de riuchtkeamer.

Foar de riuchtkeamer stie ROGGEBLOM en WITSE baker en HANS BETTERDY en yet in hele boel oaren, dy allegearre de mûnler forklage hiene. Do dy nou mei mînhear HARKEMA twisken hiar trôch gîng en sîn beste friûnen tsjin him seach, sakke 't hert him in 'e skoen, en do se allegearre for him ût 'e wei gingen en hy sîn minachting in hiar eagen lèse koe, do krike er swakke moed, do moast er him oan mînhear HARKEMA sîn earm beet halde en hy sei sunich: „Mîn lieave mînhear, mîn lieave mînhear, it leit my net goed op 'e lea." — Sök ding hinget oan; it lai mînhear ek net goed op 'e lea. For de earste kear in al de tiid dat dit stik in wirkiaag wier, kaem in him it tsiustere tinkbield op, dat er wierskînlik in 'e broeinettels komme scoe te sitten. Alles hwet er for de mûnler tochte to sprekkken teistere in sîn hölle om ende werom, en do de mûnler in 'e riuchtkeamer röppen waerd en hy mei

gîng, wier alles by him al sen 'e streek, op sîn achter oansjen nei, en dat bigûn ek al fai to wirden, do de alde hear earnstich op him los gîng mei de frage: „Hwet bisorget my de eare, dat 'k jo hier siuch, mînhear HARKEMA?”

Minhear wier fölle mansk ïn 't jaen sen passende antwirden, mar hy moast er eskes tiid ta ha, hy moast altiid earst in greate omwei meitse ear 't er ta de saek kaem; disse frage wier him to riuchtût, en de alde hear sîn gesicht wier him to stram; hy haffele sadwaende hwet op notarius publikus en riuchtsbystand fen de mûnler om. „Bystand?” frege de alde hear, en hy seach sahwet gutich ût sîn eagen. „Best, mînhear HARKEMA; gean as 't jo bilieast sitten en harkje ta.” — Minhear gîng sitten, en dat wier in gelök for him, hwent sittende koed er better neitinke en hied er himsels ek better ïn 'e macht. En sa tocht er den nei en kaem ta himsels.

„FOKKE mûnler,” frege de alde hear, „hest dou fen dy en dy en dy — noat to meallen krike? Nou, hwette?” „Ja, mînhear baljuw.” „Hwer is dat noat bliuwn?” „Dat hab ik oan IZAK forkocht; mar de sekken lidse by mines, dy wol ik oan 't riucht oerleverje.” — „So? — dat is doch wol fiks. Mar witste wol, datste dy mei in greate onriuchtfeardigens ïnlitten heste en dat dit tige sterk rûkt nei skurkery?” „Mînhear baljuw,” sei de mûnler, „ik ben ïn mîn riucht,” en hy fage mei de han it binaude swit fen sîn foarhölle. — „Ja,” sei mînhear HARKEMA en gîng oerein stean, „wy benne...” „Mînhear HARKEMA,” sei de mînhear de baljuw, „ik

hab in min riuchtkeamer min eigen mode, gean jy sitten en harkje ta." Hwet hie minhear HARKEMA ek opstean to gean? Nou wier er wer fen 'e streek rekke, en moast sitten gean om fen nys oan wer by 't stik to kommen. — „Baes FOKKE, hwet praetst dou fen din riucht?” „Ja minhear, jy habbe my sels sein: hwet skriuwn stiet, dat stiet skriuwn, — en in min ny kontrakt fen forline jier stiet, dat ik fen elte lieppen noat in lieppen meallean habbe scil.” „Hwer is din kontrakt?” „Hierre,” sei de mûnler en jowch it oer. De alde hear lies it en sködhölle: „Hm, hm! dat is in wonderlike sake!” Hy krike 'de skil en klingele: „FREARK SIMMEL mat hier ris komme.” — FREARK kaem. „FREARK, kom hier ris hwet neyer by.” FREARK kaem neyer. Minhear de baljuw krike him by sin earlapke en laedte him sa nei de tafel, der 't kontrakt iepenslein op lai. „FREARK, hwet hab ik dy altiid sein? Dou scit mei din oerhaest yet ris in hopen onheil oan-riuchtsje; en nou is 't siker sa komd, dou hest in pear alde liu ta in domme set forlaedt, dy hiar diûr to stean komme koe, as ik net wist dat it neat oars is as in domme set. Kry de penne en strik hier „*lopen*” tröch en skriuw der „*maat*” boppe.” FREARK die dat; minhear baljuw krike 't kontrakt en jowch it de mûnler: „Sie sa, baes FOKKE, nou is alles in 'e heak.” „Mar, minhear baljuw....” rop de mûnler. — „Baes FOKKE,” foel de alde hear him in 'e reden, „ik mat mei de kleyers prae, dat se dy acht dagen útstel jowe, mar den maste 't noat of it jild der for skikke, en oars komt it net goed.” „Mar minhear baljuw,” rop min-

hear HARKEMA en gîng opstean. Mînhear baljuw seach him oan, en hy rekke wer fen 'e streek. „Mînhear HARKEMA, gean sitten en harkje ta,” sei de alde hear earnstich. „Mînhear HARKEMA, jy habbe bern noch neat, en jy habbe safolle dat jy der goed fen libje kenne; jow de notariüs publikus op, en kenne jy der yet net ta komme, fal der ûs den hier net lestich mei, hwent segen komt der for ûs net ût foart.” — Derby draide er mînhear HARKEMA de rech ta, hy skille en sei: „De mûnlerssynt, FREARK SKELTES, mat hier komme.”

De ald mûnler wier alhiel forslein en forbûke nei de doar gien; mînhear HARKEMA wier him efternei gien; mar men koe oan him sjen dat it in sin hölle sea en brûse. In de doar bleau er stean, hy stiek de beide earmen foar him ût; yette sei er neat; mar do — do kaem FREARK er in en skau him in goed ein op 'e side en ta de doar ût, hy smiet in pear nidige eagen op FREARK — de ald doarwaerder FEITSE die de doar ta, en dat wier 't ûtein fen al sin riuchtsaken, hwent fen dy tiid ou hinge er de notaris oan 'e spiker.

„Mîn jonge,” sei mînhear de baljuw tsjin FREARK, „kom in bîtsje neyer. Dou bist ommers deselde dy mîn faem GRIET BETTERDY ha wol?” „Né,” sei FREARK. — „Ho nou,” sei de alde hear, en seach him skerper oan; „tsiennest den net by de mûnler?” „Né,” sei FREARK wer en forroerde him net. „Hwette?” frege de alde hear; „bist dou den net de mûnlerssynt, FREARK SKELTES, der 'k ienkear tsjin sein ha: ik scil 't dy gedachtich wêse? Nou, hwette?” — „Dy FREARK SKELTES ben ik, minhear; mar by de mûnler tsienje ik

net mear, der ben *ik* wei gien, en de faem wol 'k net mear ha, hwent *dy* liet my gean, en mûnlers-synt ben 'k ek net mear, hwent for 'n healûre ha 'k my oanjown as soldaet." „Nou kom, dat ken wol; ik leau dou bist op 't riuchte plak gien. Mar, mîn jonge, dou hest yet in skinke by my in 't salt. Hest dou it net west, dy for 't earst de mantelsek fen dat franse jagers-hinser ounomd het? — „Ja, minhear.” „En dou hest dy mantelsek iepen makke en hest dy der jild ut nomd en hest sadwaende witten, dat er jild in wier? — „Dat hab ik,” sei FREARK en seach drist ut sin eagen, „en dat ontstriid ik ek net.” „Nou, harkje den oandachtich ta, hwet ik dy sidse wol. Dat jild is onbiheard goed, hwent de Fransen habbe 't op-jown, en dou hest it fûn en hest it dy ek al sahwet ta-eigene, hwent dou hest er hwet ou nomd: nou is der likwol yet in kerel, dy neame se „Fiskus” (de lans-kas), dat is in fûle kerel, dy slökt alles in hwet er krye ken, en boppe alles is er hiet op onbiheard goed, en *dit* het er, om sa to sprekken, ek al in sin kloeren; mar somtiids slacht him ek de seastmoedigens ris oan, as er in echte opriuchte earlikens siucht en as immen him dy riucht biwegelik foar eagen haldt. Dit leste hab ik nou nei mîn formogen dien, en minhear Fiskus het om din bilang oustand dien fen dat jild. En hier, mîn jonge, dit is de skinke dyst dou by my in 't salt heste.” — Dermei sloech er in doek efteroer en de franse mantelsek kaem foar 't liocht. „FREARK SKELTES, dy mantelsek en dat jild is dines.”

FREARK stie der en seach minhear de baljuw en de

mantelsek oan, en den wer de mantelsek en mînhear de baljuw en einlings bigûn er tige iwerich himsels after de earen to klauen. „Nou?” frege de alde hear en lei him de han op 't skouder, „hwet seiste, FREARK?” „Hm ja,” sei FREARK, „ja mînhear baljuw, ik bitankje jo ek heechlik; mar it past my net riucht.” „Dat jild, past dy dat net?” „Ei ja, dat jild past my wol, mar 't past my op dit stuit eigentlik net. De faem wol my net ha, en ik gean onder 'e tsienst, den ken 'k it ommers net meinimme.” „Hm,” sei de alde hear en gîng mei grote stappen de keamer op en del, „dat is doch in wonderlike saek.” Einlings bleau er foar FREARK stean en seach him op in bysondere menear in 'e eagen: „FREARK SKELTES, kald jild is tsjinwirdich tige krap, en ik wit plakken, der in hûsfader himsels derom it fel fen de fingers wriuwt en wiif en bern mei triennen in 'e eagen sitte.” — De mûnlersfynt FREARK SKELTES seach in 'e hichte, hy seach in de alde hear sîn eagen, en 't wier krekt as him derût in striel tomiette liachte, dy him waerm in 't hert foel. „Dealehael!” rop er, hy taeste nei de mantelsek en naem him onder de earm, „ik wit er plak for, mînhear baljuw. Goendei mînhear!” — Hy woe hinne gean, de alde hear gîng him oan de doar ta efternei; „FREARK SKELTES,” sei er en naem him by de han, „mîn jonge, ast dou út de oarloch werom komste, den mast ris by my oankomme, en den mast my fortelle, ho 't dy dat ougien is.”

De riuchtkeamer wier leech, mînhear de baljuw siet by sîn frou in 'e keamer en sei: „NEANKE,” sei er,

„disse mûnlersfynt, disse FREARK, as dy ienkear ris wer by my werom komt, ik leau den forhûgje 'k my mear, as dat er in prinsesse by my op bisite kaem.”

Do de mûnler en minhear HARKEMA it slotplein del gingen seyen se gjin wird, mar út alhiel út elkoar rennende oarsaken; de mûnler swige om 't er alhiel in himsels fordjieppe wier, en minhear om 't er alhiel út himsels wier, hy koe de warden net fine. Op 't lest briek er los: „Dat scil in riuchtdei hiette! Dat scil in ûtspraek hiette! De ald baljuw, dy alde skiere kerel, lit de mensken ommers net oan 't wird komme! Baes FOKKE, wy gean fierder, wy forsiükje 't heger.” „Minhear HARKEMA,” sei de ald mûnler mei in flau lûd, „ik gean net fierder, ik ben fier enoch, ik ben al oan 'e hakke ta.” „Nou heite,” sei alde WITSE bakker, dy efter hiarren oan kaem en de mûnler sîn warden heard hie, „tsiuch dy dat net al to fel oan, dat ken alle-gearre wol toriuchte komme. Kom nou mar mei nei mines, der is jimme FYKE ek.” „Us FYKE?” — Mar de bakker liet him net wer oan 't wird komme, en de ald mûnler folge him in 'e hûs, krekt as in bern sîn heit. Net de earmoed, de skande bûke him del.

Minhear HARKEMA gîng net mei in 'e hûs, hy roan foar de doar op en del en alderhanne gedachten kamen der in him op. Minhear HARKEMA hie altiid in boel gedachten, en sa trôch 'e tiid kuyeren hia in sîn breinkas om as litse, mûtele, kreasé berntsjes, mei heldere blaue eagen, en as se soms al ris in bitsje wild waerden en oer elkoar tommelen, krekt as se blinemantsje borten, en alderhanne freamde streken útfierden, hia

wieren doch altiud in hiar sneinse klean, en for him smûk en himmel oan to sjen; mar de gedachten, dy him foar WITSE bakkers doar in 'e hölle kamen, wie-  
ren in kliber onhurige bidlersbern, dy hiar net ouskipje lieten, en de hannen útstieken en allegearre in 't gelik  
roppen: „Minhear HARKEMA! jy matte de mûnler helpe!  
Jy habbe him in 't onleech holpen, help him er nou  
ek wer út.” „Min ginst,” sei minhear, „lit my den  
mei rest! Ik wol ommers; ik wol min hûs mei in hi-  
poteek biswierje, mar hwer scil 't wei komme? hwer  
scil 't bare jild wei komme?” En de litse bidlersbern  
brochten him sa in 'e mit, dat er nei WITSE sîn stals-  
inreed geast om hiar út 'e wei to kommen.

Der stie HINDRIK en seale en teame sîn beide brunen,  
dy yet net forkocht wieren, en do minhear him in de  
skiere rok en mei de oarloch onder de noas hast net  
ienris koe, kaem FREARK ta de inreed in en smiet sîn  
mantelsek in de hingstekrebbe, dat it klonk en ram-  
mele. „HINDRIK,” rop er, „alle bigjin is swier, sei  
de divel, en hy sioude mûnlestiennen, mar” — hy  
waerd minhear HARKEMA gewaer en briek sîn warden  
ou: — „Goe moarn, minhear HARKEMA; nim it my net  
kwea, mar jy kenne my in greate tsienst dwaen. Siuch  
ris, de mûnler het my ont maye ta hierd en salang  
moast ik eigentlik bliuwe, mar 'k hab er doch in boel  
sin oan om mei to gean; wes jy nou sa goed in sids  
tsjin him, as er my fry stiet en gean lit, den wol ik  
him dit fransejild liene, sa lang as ik wer kom; hwent  
dat jild habbe se my hioed op 't slot oanpraten, hier  
leit it in 'e krebbe.”

Wei wieren út mînhéar HARKEMA sín forstankas de litse bidlersbern, en de litse forsneins opklaide bern sprongen der in om en kopketommelen, en hysels bigûn ek hast to kopketommeljen oer in binekeatting, do er op FREARK los sprong: „FREARK, FREARK! dou bist in — bist in — engel!” „Ja, in moaje alte engel,” sei FREARK — „FREARK,” rop mînhear, „der matte wy dalik swart op wit fen meitse:” „Né, mînhear,” sei FREARK, „dat matte wy net dwaen, den koed er wer in skriuwflater in komme en den koed der wer ellende út ontstean. Hwet fen mûle ta mûle sprissen is, dat scil jilde. — HINDRIK,” sei er, wils ’er him omdraide, „bist nou mei alles en mei FYKE in ’t lik?” — HINDRIK stie efter sín hînsen en lai mei de beide earmen op ’t seal en seach der oer hinne en knikte, hwent prate koed er net. — „Nou den!” rop FREARK, en rikte nei de teugels fen it spattige ridhînsen; HINDRIK skoerde him de teugels út ’e han, sprong in ’t seal en smiet him de teugels fen de moaje brune Amelanner ta: „Broer, it beste is for dy yet net goed enoch.” „Min ginst!” rop mînhear HARKEMA, „wolle jumme den de mûnler en FYKE earst net.....?” „’t Is allegearre in order,” rop FREARK. „It beste, mînhear HARKEMA!” Dermei rieden se foart ta de bûrren út.

De bern stiene aan ’t ein fen de bûrren en seagen hiar nei. „Dat benne gjin Fransen,” sei HANS BANK. — „Dat benne goeds fen ús folk,” sei PIER RITSKES, en ’t wier krekt as de bern der greatsk op waerden.

„God jow, dat hia wer komme!” sei alde baes RINKE.

En hia kamen wer. Nei jier en dei en yet ris nei jier en dei wier der in foarjier for Europa oanbritsen. Fieldslagen wieren der slein, bloed wier der forgetten op 'e bergen en in 'e flakten, mar de rein hie dat ouspield en de sinne hie 't opdroege, en 't ierdrik liet der gears oer waechse, en de wûnen fen 't menskehert wieren trôch de hope forwûn mei in balsem, dy se fryheid neame. In hopen benne letter wer opbritsen, hwent it like wol de echte fen de himel oukomstige balsum net to wêsen.

Mar derom tocht in dat moaje foarjier 'gjin ien, en in Stoppelgea griene en blomke 't allegearre in tunen en op 't field, en it bange menskeborst helle de siken ris op, hwent op 'e wrald lai menske- en Godsrede. De skerpskutters fen minhear HARKEMA hiene hiar ien-entwyntich jachtroeren in 'e kas set, en hy hied er in musikselskip út gearstald, dat hy in „kapel” neamde, en 't kaem him goed to pas, dat er in de oorlochstiid hiar leard hie, dat se allegearre ta gelik oufûrje moasten, hwent nou foelen se fen sels mei fyoleen en fluiten en klarnetten ta gelik in. De jûns brochten se serenades, en de wîse koene gau alle jonges neisionge, hwent hia spinnen jimmer en altiid ien en 't selde stik, en minhear HARKEMA het letter wol sein, dat wieren *variasies* west op it moaje *thema*: „De Franschen moeten het land verlaten, al regtuit, al regtuit, enz.” — Do de Fransen de slach by Leipzig forlearen hie NAPOLEON de knoei al wei, en by Waterloo krike er foart for altiid sîn bikommen. Do barnden der freugdefûrren op 'e Uleterp en op 'e mûnlepolle, en 't riucht-

hûs wier illumenearre. Sketten waerd er to Stoppelgea just net, hwent hia hiene gjin kanonnen, mar kanongebolder waerd er doch makke, hwent minhear HARKEMA sin adjudant, HOBBE HEINS, en alde master METSKE, hiene der hwet op uitsun, hia hiene in ierdkarre fol groue balstiennen by 'n oar helje litten, en dy smieten se mei alle gewelt tsjin alde boer KERST sin skûrdoarren aan, so ful dat er in echt kanongebolder út foart kaem en de skûrdoarren aan spoennen rekken.

En hwet wier 't in bliidskip en hwet wier 't in hearlikheid, as de iene mem de oare forhelle: „Ja menske, us JAPIK het er ek by west, en hy het skriuwn dat er der lökkich ou komd is.” En HINDRIK hie ek skriuwn, en in dy brief hie FREARK groetenissen fen him dwaen litten. En do dat to Stoppelgea bikend waerd, do ging it fen mûle ta mûle: „Ja, dy alde FREARK, lit dy mar renne, dat is in alde strider, dy der wêse doar.” — Elk en ien praeitte oer FREARK, en sa is niunkelitsen to Stoppelgea de oerlevering ontstien, dat de alde onderofficier FREARK SKELTES eigentlik de slach fen Waterloo woan hie; hy hie tsjin sin oerman sein, ho 't onderlein wirde moast, dy hie 't tsjin BLUCHER sin adjudant sein, en dy hie 't tsjin alde BLUCHER sein, en alde BLUCHER hie sein: „FREARK SKELTES het gelik!” hied er sein.

Mar ek disse tiid fol jubel en fol twivel, fol frese en fol hope wier foarby, en dat moaje foarjier wier oankomd, der ik niis fen sein hab, en ienkear op in dei wier der in moaje koets op nei 't slot ride, en de liu seyen, op 't slot scoe feest halden wirde, en

**FREARK SIMMEL** kaem op in dei in 'e bûrren en forhelle: mei jiffrou **STELLINGWERF** scoe 't wol hast op 't lest gean, hwent as 't yet in dei of acht sa dûrre, den moast hia gled alhiel ût 'e harntsen reitse; en de ûtfenhusers, sei er, scoene in dei of acht bliuwe. De oare deis kaem er wer en fortelde, de alde hear wier de moarns niuggen ûre al op 'e proppen en do hied er 't fenster opskoud en hy hie songen, mei sîn naturlike stemme hied er songen! en mefrou hie efter him stien en hie de hannen oer de hölle slein, en hy, **FREARK SIMMEL**, brocht de groetenisse oan mînhear en mefrou **RIPPERDA** en as se koene, waerden se de middeis op 't slot forsocht to iten. En op 'e tredde dei waerden mînhear en mefrou **WEBER**, mei de ûtfenhusers, en jiffrou **STELLINGWERF** ek, by mînhear **RIPPERDA**'s forsocht op 'e thé.

De ûtfenhusers op 't slot wieren mînhear **WEBER** sîn alde friûn **REIN TOLSMAN** en sîn soan de franse oerman, mei sîn jonge mefrou.

Dy jûns waerd er by mînhear **RIPPERDA** wer feest halden, mar sa frolik net, as do mînhear **HARKEMA JULIUS CESAR** wier; pûns waerd er ek net skonken, mar beste reade wîn, hwent *chateau* en *champagne* wieren do yet net fölle in 'e swang. De manliu praetten oer de oarlochs-tiden en frouliu oer de brilloft, dy de oare deis op 'e Grienderpster mûnle halden wirde scoe, en do de gasten foart gongen draide de oerman him om nei mînhear **RIPPERDA** en sei: „Mar mînhear, der mat nimmen misse fen al dejinge, dy do in dit stik meispile ha.” Minhear **RIPPERDA** onthiet him dat.

De oare middeis barde 't wer ris , dat minhear WEBER sin krichswein smard waerd en hy en sin friûn REIN TOLSMA sieten hwet letter der in , en rieden der op út. „Frou STAEL,” sei jiffrou STELLINGWERF letter tsjin de weverinne , „der sieten se beide nest elkoar in de wein en seagen sa friûnlik en onskildich in de wrald om as in pear earstberne twieljen. En , frou STAEL , in de freamde glêsen koets hie ik de eare to riden mei de jonge mefrou TOLSMA en ús mefrou en mefrou RIPPERDA , dy hie de jonge , hiar FREARK , meinomd , en dy slorm hinge onderweis jimmer op my om , dat de foetten my bigûnen to sliepen , en as de husare-onderofficier FREARK SKELTENS der net west hie , den wier ik by 't út 'e wein gean fen de opstap fallen. Dat komt fen dy bern , dat sids ik mar.” — En op in greate haiwein sieten WITSE bakker en sin dochter en LUTSEN eksteur en GRIET BETTERDY en FREARK SIMMEL en minhear DROI , en ester lai in bosk earmen en skonken , dat wieren minhear DROI sin litse franse bern. Minhear RIPPERDA en de oerman rieden elk op in hinser. „Mar hwer is minhear HARKEMA ?” frege de oerman. „Hy komt grif ,” sei minhear RIPPERDA , „mar honear en ho , dat mei de lieave God witte , hwent do er it my sei , do knipte er mei 't iene each en sette in gesicht op , dat ik wol oan him ken , en dat ik sin heimelik gesicht neam.”

Do minhear WEBER oankaem , stie baes FOKKE in sin beste klean foar de doar en sin wiif stie by him in in swartkalminken rok , en hy wier bileefd en hia knikte en minhear frege : „Nou , baes FOKKE , ho giet it ?”

„Tige best, mînhear,” sei de ald mûnler en sloech de opstap fen de wein del. En mînhear sei tsjin sîn friûn REIN TOLSMAN: „Min friûn, dy ald mûnler is tsjînwîrdich wer goed in 'e skrep, hy is wîsder wirden, hy het it bistiûr fen sîn saken oerjown en sîn dochter FYKE derfor riede litten.”

Derop kaem de koets; de dames gîngen der út en FREARK droech mefrou RIPPERDA in 'e keamer; hy het hiar tonei yet faek dragen. De haiwein halde stil; alles sprong er ou, alles gîng in 'e hûs, allenne mînhear DROI's bern roanen dalik in 'e tûn en foelen op de healripe krûsbeyen oan.

In de keamer stie dominy, dy hie al hwet wachte, en by him stie HINDRIK mei sîn FYKE. Hwet wier FYKE moai! — In breid is altiid moai! Dominy halde in oanspraak, sîn beste; hy koe trye fen dat soarte, de iene wier al moajer as de oare, en dernei wier de priis inriuchte. Dy fen „de Krone” wier de moaiste en de diûrste, dy koste in riksdaelder, deroan folge dy fen „'t hert,” dy koste in daelder, en de minste fen allen wier dy fen in „jammerlik ellendig ding,” dy koste mar in healgûne en wier for sliuchtwei liu. Nou loek er it great register fen „de Krone” út, hwent dat woe de mûnler sa ha. Hy hie tsjin dominy sein: „Min dochter wol stüffest habbe, it mat in stille brilloft wêse, en derin scil hia hiar sin ek ha; mar alles hwet by in brilloft altiid heart, dat mat fen 't beste wêse.”

En sa kaem it ek. En do de oanspraak út wier, do gîng de jonge mefrou nei FYKE ta en jowch hiar in tûtsje en sloech hiar in gouden keatting om 'e hals,

der wier in moai plaetsje aan, en der op stie de dei en datum, hwerop FYKE de oerman om hiar heit bidden hie. De oerman wier nei HINDRIK ta gien, en doer him de han jowch, do resten de eagen fen de alde freamde hear sa friûnlik op him, dat mînhear WEBER sîn han fette en tsjin him sei: „Min beste friûn, nou hwette?” — Hy het lichtwol mear fen de saek witten as ien fen de oaren.

Do gîng 't op in iten. WITSE bakkers dochter moast it sop opskeppe en LÛTSEN eksteur 't flesk snye, en GRIET BETTERDY mei de beide mûnlersfammen moasten tafeltsienje. En pas hie baes mûnler sîn earste boardfol hoannesop er binnen, of hy gîng opstean en halde in oandwaenlike oanspraek aan it selskip, mar hy seach derby allenne mînhear WEBER aan. Hy hie 't hele selskip, sei er, iensaldich op in brilloft sonder musik, sa mar riucht en sliuchtwei forsocht, hwent FYKE hie dat sa ha wollen, en de hearskippen scoene dat net kwea nimme; hwent al hiene se ek gjin musik.... — der wier 't oudien mei sîn oanspraek, hwent bûten doar briek it in ienen los: „De Franschen moeten het land verlaten, al regtuit, al regtuit” — en do de doar op-litsen waerd, do stie mînhear HARKEMA der mei sîn hele kapelle, hy hie baes mûnler sîn gongelstok mar oangript en sloech de miette op in moalsek, hwertröch de hele boel in oansjen hie, krekt as fluitten en trompetten de lieave heilige engels hiar wîsen tröch in moaje wite simmerwolk hinne.

Dat wier in freugde! dat wier in libben! De oerman sprong op en fûske mei mînhear HARKEMA en loek

him oan sîn side, en mînhear WEBER lûstere sîn friûn REIN TOLSMA in 't ear, dat it hele selskip it hearre koe : „Dat is de man, mîn goede friûn, der 'k jo fen 'e moarn dat fordraide stik fen forhelle, mei dat kontrakt; 't is oars in goeden plesierigen man.” — En de ald mûnler helle de kapelle ta de keamer in, en de heilige Cecilia waerd in in hoeke plak jown, en it hoanne-sop loste hiar ou, en den moasten de Fransen it lan wer forlitte, al regtuit, al regtuit, en den loste 't bret flesk wer ou, en sa gîng dat bar om bar. Do de jûn oankaem hie mînhear HARKEMA 't wer mei geheimen to kryen, hy en sîn adjudant HOBBE HEINS arbeidden en skripten in 't tsiuster etter in 'e tûn om, einlings lik-wol waerd it hele selskip forsocht om bûten doar to kommen, do waerd er in fiûrwirk oustitsen, en dat hie tige moai wirde kend, mar — spitich! spitich! — it wier hwet to swak en der moast by blaesd wirde, en dat wier hwet to sterk, de hele boel fleach in 'e löft, 't wier in great gelök dat FREARK op 'e rûchskeerne stie, do dy in 'e bran rekke, hwent oars hie 't wol ris to slim wirde kennen. Minhear HARKEMA woe lik-wol sîn saek tröchsette, hy hie al wer in pûdsje mei krûd klear; mar mînhear WEBER gîng nei him ta en sei, it wier nou sa goed, en 't hie tige moai west, en hy bitanke mînhear HARKEMA heechlik. De oare deis likwol stiûerde er de fieldwachter tröch de hele grite-nye mei de warskouing, dat hwa 't onderlidse doarst om fiûrwirken to barnen, dy moast forwachtsje hwet him oerkaem.

Sa gîng de dei to 'n ein, en hiermei is mîn skiednis ek oan 't ein. Dy dei wier pleisierich en elk wier der mei tofreden. Mocht mîn forhael ek pleisierich wêse en elk er mei tofreden!

Mar hwer benne hia bliuwn, al dy frolike en trouhertige liu, dy in dit stik mei spille habbe? Allegearre dea, allegearre dea! Hia habbe 't allegearre oerjown; hia sliepe de lange sliep. Witse bakker wier de earste en LUTSEN eksteur het ont diss' tiid ta de leste west. FREARK SIMMEL en GRIET BETTERDY benne yet oerbliuwn. GRIET BETTERDY het wol best dy slûkhierrige jonge fen ald FEYEBOERS krike, en hia sit er nou goed ta, hia is boerinne to Gielterp op 'e earste boerepleats oan 'e riuchterhan. FREARK SIMMEL is in stevige kerel warden, en as hy it my faek kwea nimme scoe wolle, dat ik stikjes fen him forhelle hab, den scoe 'k him de han tarikke en ik scoe sidse: „Alde kening! hwet skriuwn is, dat is skriuwn, dat lit him net mear foroarje. Mar derom bist ommers doch net noartich op my! Nou, hwette?”

## YET IN WIRDKE TA BISLUT.

---

De „Twei lustige Geschichte”, der ik disse twa grappige stikken nei biwirke hab, hearre by dy skriften fen FRITZ REUTER, dy hy ûtjown het onder de algemiene namme fen „Olle Kamellen.” — Mefrou ACKERLIN het der in ’t Hollansk *Gedroogde Kruiden* fen makke; ik leau dat dit mis is. Hia het it sa opfette, dat mei *olle kamellen* dat krûd miend waerd, dat wy ek in Frîslan *kamelle* neâme; mar ik hab in man spritsen, dy in Gelderlan, ticht aan de kant fen ’t Kleefske opwûchsen wier, en dy sei my, dat se in dy streek onder *olle kamellen* forstiene: alde forhalen, folks-teltsjes of sahwet. My tinkt, wy habbe reden om jo leauen, dat it in ’t Mecklenborechs lik enoch deselde biteikenisse habbe scil.

W. D.

---



**W. D.**





